Learboek Frysk
Fakdidaktyk en Meartaligens

neiskoallingskursus
Foech Frysk

Gearstald troch:
Liskje Flapper
Dussy Ybema

Einredaksje:
Dussy Ybema

1ste druk; des. 2010

Foaropwurd

De reader ‘Fakdidaktyk en Meartaligens’ is ta stân kommen troch gearwurking fan de dosinten Frysk fan de lerare-opliedingen foar it basisûnderwiis fan de NHL hogeschool en Stenden hogeschool. De ynhâld is ôfstimd op de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis fan it SLO en de doelen dy’t yn oerlis mei amtners fan de provinsje Fryslân fêststeld binne foar de lerare-opliedings.
De reader is ornearre foar learkrêften fan it basisûnderwiis dy’t it foech Frysk helje wolle yn in neiskoallingstrajekt.
Alle jierren wurdt besjoen oft der nije ûntwikkelingen binne op it mêd fan Frysk yn it basisûnderwiis. De nije saken wurde opnommen yn de reader.

Ljouwert, desimber 2010

Ynhâldsopjefte

side	hdst.	ynhâld
2		Foaropwurd
3		Ynhâldsopjefte
4	**1**	**Tweintich opdrachten**
4	1.1	Ynlieding
4	1.2	Frysk en oare minderheidstalen
5	1.3	Underwiis en meartaligens
6	1.4	Motiven en doelen foar it ûnderwiis yn Fryslân
7	1.5	Frysk yn de praktyk
8	1.6	Taalbelied
9	**2**	**Taaldidaktyk foar de basisskoallen yn Fryslân**
9	2.0	Ynlieding
9	2.1	Haadstik 1: Taal
16	2.2	Haadstik 2: Bern en taal
22	2.4	Haadstik 4: Skoalle en taal
26	2.5	Haadstik 5: Mear talen op skoalle
32	2.7	Haadstik 7: Taal foar groep 1 en 2
63	2.8	Haadstik 8: Taal foar groep 3 en 4
111	2.9	Haadstik 9: Taal foar groep 5 o/m 8
149	**3**	**Taalsituaasje yn Fryslân**
149	3.1	Liket Frysk no sa op Ingelsk
151	3.2	Dialekt
154	**4**	**Begjinsituaasje**
156	**5**	**Differinsjaasje**
159	**6**	**Trijetalige skoalle yn Fryslân**
159	6.1	Gearfetting, konklúzjes en diskusje út it ûndersyk ‘Trijetalige skoalle yn Fryslân’; Bernie van Ruyven
163	**7**	**Underwiisynspeksje**
163	7.1	Gearfetting fan de ûndersyksresultaten (út: Tusken winsk en wurkliheid, 2010)
164	7.2	Algemiene konklúzjes
165	7.3	Oanbefellings
166	7.4	Wurdearringsramt Frysk Primêr Underwiis

1 Tweintich opdrachten

1.1 Ynlieding

De opdrachten wurde foar in part yn de lessen dien en foar in part as selsstúdzje en yn de praktyk. De opdrachten moatte yn it Frysk makke wurde. Brûk dêrby de staveringshifker Frysk (fergees oer te heljen fan: www.fa.knaw.nl > downloads)

Boarnemateriaal
- Taaldidaktyk foar de basisskoallen yn Fryslân, Taalsintrum Frysk GCO, 2005
- Frysk oan bod, learplan Frysk foar it primêr ûnderwiis, SLO, 2005
- Ruijven, B. van, J. Ytsma, Trijetalige skoalle yn Fryslân, Ljouwert, 2008
- Taal fan it hert, www.gemeentenenfrysk.nl >taalstipe>foarljochting
- De Fryske taalatlas, www.gemeentenenfrysk.nl >taalbelied
- Brosjuere De trijetalige skoalle, Cedin, www.taalsintrumfrysk.nl
- Brosjuere Nei in yntegraal taalbeliedsplan, Cedin, www.taalsintrumfrysk.nl
- Dvd: Mear talen, mear takomst
- Dvd: Talen kleurje dyn libben, www.sfbo.nl > oer SFBO > filmkes
- Dvd: Troch mei talen, www.sfbo.nl > oer SFBO > filmkes
- Stinsels: begjinsituaasje, differinsjaasje
- Learmiddellist Taalsintrum Frysk (www.taalsintrumfrysk.nl)
- Waarderingskader Fries PO

1.2 Frysk en oare minderheidstalen

Opdracht 1 (groepsopdracht)
Haadstik 1 út *Frysk oan bod*, haadstik 1 út *Taaldidaktyk*, *Fryske taalatlas* en haadstik 3 fan dizze reader [mear ynformaasje www.11en30.nu, www.wolkomynfryslan.nl]

a. Ta hokker taalfamylje heart it Frysk en oan hokker talen is it Frysk it meast besibbe?
b. Neam in pear typyske skaaimerken fan de Fryske taal.
c. It Frysk kin yn trije perioaden yndield wurde: it Aldfrysk, Midfrysk en Nijfrysk. Jou fan alle trije oan wannear't dat wie, de posysje fan it Frysk en de wichtichste literatuer út dy tiid.
d. Beskriuw yn it koart de hjoeddeistige posysje fan it Frysk yn de maatskiplike sektoaren by de oerheid, it ûnderwiis, wurk, media, kultuer en sport.
e. Hoe stiet it hjoed de dei mei de behearsking fan it Frysk by de ynwenners fan Fryslân wat it ferstean, praten, lêzen en skriuwen oanbelanget? Hoe stiet it mei de taaloerdracht fan it Frysk? Nimme de persintaazjes ta of ôf?
f. Wêr wurdt hjoed de dei oeral Frysk praten en hoe is it tal Fryskpraters oer de provinsje ferdield?

Opdracht 2 (yndividuele opdracht)
Haadstik 1 út *Taaldidaktyk*

a. Wat hâlde de begripen memmetaal, earste taal, twadde taal en frjemde taal yn?
b. Jou oan wat dyn earste taal, twadde taal en frjemde taal/talen binne.
c. Jou by elke taal oan hoe't dyn behearsking fan dy taal is as it giet om ferstean, praten, lêzen en skriuwen.

Opdracht 3 (yn twatallen)
Haadstik 1 út *Taaldidaktyk,*[mear ynformaasje www.meertensinstituut.nl]

a. Jou oan hokker dialekten/streektalen yn Fryslân te ûnderskieden binne.
b. Befreegje elkoar oer jimme miening oer dialekten/streektalen. Belûk dêryn ek dialekten en oare talen dy't yn Nederlân praten wurde. Neam in tal talen/dialekten dyst moai en net moai fynst en jou oan wêrom. Jou oan wêrom't jimme it al of net iens binne.
c. Stel elkoar de folgjende fragen:
    - Ut hokker hoeke fan Fryslân of Nederlân komst?
    - Praatst ek it (Fryske) dialekt fan dy streek? Hokker dialekt is dat?
    - Kinst ek ferskynsels yn dyn dialekt neame, dy't oars binne as it standertfrysk of standertnederlânsk (wurden, útspraak, ensfh.)?
d. Jou yn it ferslach oan mei wa ast dizze opdracht dien hast.

Opdracht 4 (yndividuele opdracht)
Haadstik 1 út *Taaldidaktyk,*[mear ynformaasje *www.mercator-research.eu*]

a. Wat hâlde de begripen mearderheidstaal en minderheidstaal yn?
b. Wat is it ferskil tusken autochtoane en allochtoane taalminderheden?
c. Neam bûten Nederlân noch 5 taalminderheden mei de steat, dêr't sy yn lizze. Sykje ynformaasje oer dy 5 minderheden en meitsje in beskriuwing fan de posysje fan dy minderheidstaal yn it ûnderwiis.

Opdracht 5 (praktykopdracht)
Stinsel *Begjinsituaasje* (Haadstik 4)

a. Beskriuw de begjinsituaasje fan jimme skoalle oan 'e hân fan it stinsel *Begjinsituaasje*.
b. Op hokker wize wurdt op jimme skoalle rekken holden en ynspile op 'e thústalen fan de bern?

1.3 Underwiis en meartaligens

Opdracht 6 (yndividuele opdracht)
Haadstik 2 en 5 út *Taaldidaktyk*, dvd *Talen kleurje dyn libben (* www.sfbo.nl > *oer SFBO > filmkes)*

a. It learen fan twa talen kin op twa wizen barre. Hokker? Jou oan hoe't de taalûntwikkeling yn beide gefallen ferrint.
b. Wat wurdt der ûnder it begryp tuskentaal ferstien?
c. Wat binne de foardielen fan in twatalige ûntwikkeling?
d. Oan hokker betingsten moat in goede twatalige ûntwikkeling foldwaan?
e. Wat is it ferskil tusken taalwinne en taalleare (teory fan Krashen)

Opdracht 7 (groepsopdracht)

Haadstik 2 út *Frysk oan bod*, haadstik 2 en 5 út *Taaldidaktyk,* brosjuere *De trijetalige skoalle*

a. Wat is in ientalige, in twatalige en in trijetalige skoalle?
b. Besjoch it skema oer foarmen fan ûnderwiis yn twataligens op side 36 fan *Frysk oan bod.* Bepraat mei-inoar de ûnderskate foarmen. Wat binne jimme yn 'e praktyk tsjinkommen? Wêr giet jimme foarkar nei út?
c. Hokker trije algemien jildende prinsipes binne neffens Cummins fan belang foar suksesfol twatalich ûnderwiis?
d. Wat is mearderjende twataligens en wat is minderjende twataligens?
e. Hoe komt it dat ûnderdompeling yn 'e twadde taal by sprekkers fan in minderheidstaal ta ientaligens (of minderjende twataligens) liedt en by sprekkers fan in mearderheidstaal ta

folsleine twataligens?
f. Hoe kin neffens Cummins by bern mei in minderheidstaal en by bern mei in mearderheidstaal it bêste mearderjende twataligens ûntwikkele wurde?
g. Yn *Frysk oan bod* wurdt steld dat it brûken fan it Frysk as fiertaal (yn in ideale situaasje) tanimme moatte soe navenant der mear bern op skoalle Nederlânsktalich binne. Yn 'e Fryske ûnderwiispraktyk is dat earder oarsom: der wurdt minder Frysk as fiertaal brûkt navenant der mear bern op skoalle Nederlânsktalich binne. Wat is jimme miening oer dizze tsjinstelling tusken teory en praktyk?
h. Wat hâldt it prinsipe fan transfer yn? Neam in foarbyld fan in les dêr't transfer wol by mooglik is en in foarbyld dêr't dat net by mooglik is.

Opdracht 8 (groepsopdracht)
Besjoch de dvd *Mear talen, mear takomst*

a. Hoe wurdt der troch de ferskillende saakkundigen tocht oer meartalige ûntwikkeling en meartalich ûnderwiis?
b. Hoe kin dat meartalich ûnderwiis neffens de saakkundigen it bêste stal jûn wurde?

Opdracht 9 (yndividuele opdracht)
Lês de gearfetting fan *Trijetalige Skoalle yn Fryslân* (Haadstik 6)

a. Hokker taalfeardichheden binne yn dit rapport ûndersocht?
b. Wat binne de resultaten fan de ûndersochte taalfeardichheden by bern fan groep 8 wat it Nederlânsk, Frysk en Ingelsk oanbelanget?
c. Wat binne de ferskillen yn resultaten fan de trijetalige skoallen yn ferliking mei de kontrôle-skoallen?

Opdracht 10 (praktykopdracht)

a. Besjoch de 10 foarmen fan ûnderwiis yn twataligens op side 36 fan *Frysk oan bod*. Hokker foarm wurdt op jimme skoalle brûkt en wêrom? Past dat model by de begjinsituaasje fan jimme skoalle? Wêrom al of net?
b. Nei hokker soarte fan twataligens wurdt der op jimme skoalle stribbe as it giet om Frysktalige, Nederlânsktalige en allochtoane bern?
c. Hoe wurdt it prinsipe fan transfer op jimme skoalle fierder útwurke?
d. Yn hoefier is der op jimme skoalle sprake fan taalwinnen en taallearen en hoe ynteraktyf is it ûnderwiis yn it Frysk? Is de oanpak fan it Frysk itselde as fan it Nederlânsk?

1.4 Motiven en doelen foar it ûnderwiis yn it Frysk

Opdracht 11 (groepsopdracht)

a. Moat der op de basisskoallen yn Fryslân Frysk jûn wurde? Wêrom al of net?
b. Moatte Nederlânsktalige en allochtoane bern ek Frysk leare? Wêrom al of net?
c. Besykje safolle mooglik motiven te betinken foar Frysk as fak yn it basisûnderwiis.

Opdracht 12
Haadstik 1 en 4 út *Taaldidaktyk,* haadstik 1 út *Frysk oan bod*
[mear ynformaasje www.omropfryslan.nl (útstjoering mist, 28 okt. 2007, Hûndert stapkes)]

a. Jou oan wat der yn de rin fan de 19de en 20ste ieu feroaret yn it tinken oer it Frysk yn it basisûnderwiis en hoe't dat ta utering komt yn de wetjouwing.
b. Wat stiet der yn de Wet op it Primêr Underwiis oer it Frysk?

c. Hokker 4 motiven binne der foar it jaan fan Frysk yn it basisûnderwiis? Wat hâlde dy motiven yn?
d. Wat stiet der yn de *Universele Ferklearring fan 'e rjochten fan de Minske* oangeande de eigen taal? Wurdt dêr neffens dy yn 'e Fryske situaasje genôch rekken mei holden? Antwurd taljochtsje.
e. Hokker ôfspraken binne der makke nei oanlieding fan it *Europese handvest voor regionale of minderheidstalen* fan de Rie fan Europa (sjoch *Frysk oan bod*, side 21)? Wurdt dêr yn de praktyk oan foldien? Antwurd taljochtsje.

Opdracht 13 (yndividuele opdracht)
Besjoch de 6 nije kearndoelen op side 53 fan *Frysk oan bod*

a. Jou dyn miening oer de kearndoelen.
b. Hoe moatte de skoallen neffens *Frysk oan bod* mei de kearndoelen omgean?
c. Wêrom is it kearndoel attitude foar Frysk sa wichtich?
d. Hoe kin in skoalle neffens dy dy attitude posityf beynfloedzje?

Opdracht 14 (praktykopdracht)
Beskriuw de doelen op it mêd fan Frysk fan jim skoalle oan de hân fan de folgjende fragen:

a. Wêrom wurdt der by jimme op skoalle Frysk jûn?
b. Wat stiet der yn it skoalplan (of taalbeliedsplan) oer Frysk?
c. Oan hokker kearndoelen wurdt op jimme skoalle wurke? Binne de doelen foar Frysktalige, Nederlânsktalige en allochtoane bern itselde?
d. Wat binne de doelstellingen foar dyn groep?
e. Wurde de doelen op it punt fan it Frysk yn 'e praktyk ek helle? Antwurd taljochtsje.

1.5 Frysk yn de praktyk

Opdracht 15 (yndividuele opdracht)
Stinsel *Differinsjaasje* (Haadstik 5)

a. Wat is it belang fan differinsjaasje foar it fak Frysk?
b. Hokker fan de trije wizen fan differinsjaasje yn doelen en learwegen past it bêste by jimme skoalle en wêrom?
c. Jou oan hoe't der op jimme skoalle differinsearre wurdt.

Opdracht 16 (yndividuele opdracht)
Haadstik 4 en 5 út *Taaldidaktyk*

a. Wat hâlde de begripen fiertaal, omgongstaal en taal as fak yn?
b. Binne der op jimme skoalle ôfspraken makke oer fiertaal en omgongstaal? Wat binne dy ôfspraken en wêrom binne dy makke?
c. Hoe wurdt der yn dyn groep omgongen mei Frysk as fiertaal, as omgongstaal en as fak? Mei hokker doel?

Opdracht 17 (yndividuele opdracht)
Frysktalige learmiddels: sjoch: *Learmiddellist Taalsintrum Frysk* (www.taalsintrumfrysk.nl > materialen), www.afuk.nl, www.tomke.nl en www.tresoar.nl (educatie) en yntroduksje dvd Studio F. Haadstik út *Taaldidaktyk* dat by dyn groep past.

Besjoch fjouwer Frysktalige learmiddels: twa foar Frysk as fak, wêrûnder Studio F en twa foar Frysk as fiertaal by in oar fak

Beskriuw de learmiddels oan ‘e hân fan de folgjende kritearia:
-Titel en namme fan it materiaal
- Wat der by it learmiddel heart (boeken, wurkboeken, dvd, tillevyzjeprogramma’s, ensfh.)
- Doel en doelgroep
- Fak- en foarmingsgebieten
- Foarmjouwing
- Ferwurkingsmooglikheden (binne dy útnoegjend, motivearjend, learsum?)
- Differinsjaasjemooglikheden
- Eigen miening. Soest it learmiddel brûke wolle? Wêrom al of net?

Opdracht 18 (praktykopdracht)

Jou 6 lessen Frysk dy’t oanslute by de kearndoelen. Jou dêrby omtinken oan: begjinsituaasje, doelen, differinsjaasje, learynhâld, wurkfoarmen, learmiddels en fiertaal/omgongstaal. Jou ek oft der transfer mooglik is nei oare talen. As dat it gefal is, hoe dan? Meitsje in ferslach foar yn ‘e map.

1.6 Taalbelied

Opdracht 19 (praktykopdracht)
Lês it *Waarderingskader Fries PO* fan de ûnderwiisynspeksje (Haadstik 7)

a. Yn hoefier foldocht jimme skoalle oan de 7 kwaliteitsaspekten Frysk primêr ûnderwiis fan it wurdearringsramt?

Opdracht 20 (yndividuele opdracht)
Haadstik 4 út *Frysk oan bod,* brosjuere *Nei in yntegraal taalbeliedsplan*

a. Nim de begjinsituaasje fan dyn eigen skoalle as útgongspunt. Untwerp in eigen model fan meartalich ûnderwiis foar jimme skoalle foar groep 1 o/m 8, dêrst yn oanjoust hoest mei de talen as fak, fiertaal en omgongstaal omgiest. Hâld dêrby rekken mei de begjinsituaasje, de doelstellingen en soarte twataligens dyst berikke wolst. Tink ek oan differinsjaasje tusken Frysktaligen en net-Frysktaligen. Jou oan wêromst foar dit model kiest.
b. Jou oan wat dat model foar konsekwinsjes hat foar dyn eigen groep wat fak, fiertaal en omgongstaal oanbelanget. Jou bygelyks yn in wykoersjoch oan hoe’t de ferskate talen dêr in plak yn krije.

2 Taaldidaktyk foar de basisskoallen yn Fryslân

2.0 Ynlieding

Yn dit haadstik binne teksten út de klapper *Taaldidaktyk foar de basisskoallen yn Fryslân* yntegraal oernommen. It giet derby om de haadstikken: 1, 2, 4, 5, 7, 8 en 9.
As der stiet yn in opdracht dat de teory te finen is yn haadstik 1 fan *Taaldidaktyk,* dan is dat yn de reader oantsjutten mei haadstik 2.1. De oare haadstikken binne op analoge wize werom te finen.

2.1 Haadstik 1: Taal

2.1.1. Ynlieding

Taal komme wy oeral tsjin. Foarbylden dêrfan binne it petear tusken minsken, reklame op strjitte en yn winkels, taal yn de boeken fan de biblioteek en op 'e fideo's fan de fideoteek, taal op it skerm fan televyzje en kompjûter en net te ferjitten taal yn skoalle.
Taal is gewoan, omdat taal by it libben heart: wy harkje, prate, lêze en skriuwe. Dat binne de fjouwer domeinen fan taal. Ferstean en prate binne de domeinen fan it mûnlinge taalgebrûk, wylst lêze en skriuwe by de skriftlike taal hearre.
Mar taal is ek kompleks. In bern hat in pear jier nedich om yn syn memmetaal yn folsleine sinnen te praten. It begjinnend lêzen is net foar alle bern like maklik. En sels in protte folwoeksenen hawwe noch problemen mei it korrekt tapassen fan de staveringsregels.

2.1.2 Funksjes fan taal

Taal is net samar in opienfolging fan lûden en wurden. Taal hat in bepaalde struktuer, in bepaalde oardering fan lûden, wurden en sinnen. Dy struktuer is foar alle talen wer oars. Minsken brûke taal mei in bepaald doel. Taalgebrûk hat altiten in bepaalde funksje, hoewol't de minsken har der lang net altyd fan bewust binne. Wy kinne trije sintrale funksjes fan taal ûnderskiede.

Kommunisearje
Op it foarste plak brûkt de minske taal om te kommunisearjen mei oare minsken. As se mei elkoar prate, kin dat bygelyks wêze foar it ûnderlinge kontakt of om ûnderfiningen en ynformaasje út te wikseljen.

Konseptualisearring
Kommunisearjen is lykwols net in doel op himsels. Kommunikaasje giet altyd earne oer. Foardat in minske kommunisearje kin, moat er him earst sels in foarstelling makke hawwe fan wat de wurden, wurddielen en sinskonstruksjes ynhâlde. Dy foarstelling fan konkrete en abstrakte saken fan de wrâld om ús hinne, neame wy konsepten. As in bern fan syn âlden in tal kearen it wurd *bal* heart, wylst se in bal oanwize, dan ferbynt it dy lûdkombinaasjes mei dy konkrete foarstelling fan de bal. Sa ûntsteane stadichoan konsepten dy't ek oproppen wurde kinne as de konkrete foarwerpen der net by binne. Minsken brûke taal om dy konsepten foarm te jaan, om in oarderlik byld fan de werklikheid te skeppen en dy werklikheid beneame en hantearje te kinnen. Wy neame dat de konseptualisearjende funksje fan taal.

Ekspresje
As in minske troch taal utering jaan wol oan wat yn him om giet, hoecht er dêrby net direkt de kommunikaasje mei oaren as doel te hawwen. Minsken hawwe soms ek ferlet om troch sprutsen of skreaune taal harsels te ûntdekken. Sy brûke taal om eigen tinken en fielen út te drukken. Sa ûntsteane bygelyks deiboeken en gedichten. Wy neame dat de ekspressive funksje fan taal.

Talen fan Europa


Ientalich gebiet
Twatalich gebiet
Taalgebied
Miljoen
Albanyk
Germaansk
Romaansk

2.1.3 Twa- en meartaligens

De taal dêr't in minske mei opgroeit, wurdt de memmetaal neamd. Yn Fryslân hawwe de measte minsken it Frysk as memmetaal. Boppedat behearskje sy de standerttaal, it Nederlânsk. Yn sa'n situaasje bliuwt de memmetaal, by Frysktaligen it Frysk, dominant foar de sprekker. Dat wol sizze dat hy him, benammen mûnling, it maklikst uteret yn dy taal en faak ek it leafst. Wy neame dat dan de earste taal.
It learen en behearskjen fan it Nederlânsk, de twadde taal, is nedich út maatskiplik eachpunt wei. It is de mearderheidstaal, omdat dy yn it Nederlânske steatsbestel de wichtichste taal is. It Frysk is in minderheidstaal. De Frysktaligen foarmje in autochtoane taalminderheid, dat wol sizze sy prate in taal dy't fanâlds al yn Fryslân praten wurdt. Dêrnêst binne der ek allochtoane minderheidstalen yn Nederlân. Dat binne talen dy't fanâlds net yn in bepaald gebiet brûkt wurde, mar meinommen binne troch ymmigranten, bygelyks it Turksk, Papiamentu, Berbersk.
Nêst de begripen *earste en twadde taal* bestiet ek noch it begryp *frjemde taal*. De earste en twadde taal binne talen dy't yn de eigen situaasje brûkt wurde. By in frjemde taal leit dat oars: dy wurdt net yn it deistich libben brûkt en it oanbod fan sa'n taal is dus folle lytser. It is in taal dy't men meastentiids allinne op skoalle of in kursus leart, bygelyks it Ingelsk of it Spaansk.
De twatalige situaasje yn Fryslân wurdt wol gau ris as frjemd en útsûnderlik sjoen. It docht lykwols bliken dat rûnom op 'e wrâld taalminderheden foarkomme. Fan de totale wrâldbefolking is sa'n 60 prosint twa- of meartalich. Ientaligens komt, mondiaal sjoen, minder faak foar. De taalkaart leart dat Europa, taalkundich besjoen, in bûnte lapetekken fan mearderheids- en minderheidstalen is.

2.1.4 De status fan talen

Yn in steat dêr't nêst de standerttaal ien of mear minderheidstalen besteane, hat sa'n minderheidstaal hast altiten in legere maatskiplike status, in beheinder berik of in lytsere taalmacht as de standerttaal.
Nasjonale oerheden geane frijwat ûngelyk mei har taalminderheden om. Yn guon lannen krije minderheidstalen amper romte yn it offisjele ferkear, it ûnderwiis en de media. Dat is bygelyks it gefal mei it Noard-Frysk yn Dútslân en it Korsikaansk en Bretonsk yn Frankryk. It Welsh en it Katalaansk dêrfoaroer hawwe de ôfrûne jierren in wichtich plak krigen.



Artikel 2 (1)
Iedereen heeft aanspraak op alle rechten en vrijheden opgesomd in deze verklaring, zonder enig onderscheid van welke aard ook, zoals ras, kleur, geslacht, taal, godsdienst, politieke of andere overtuiging, nationale of maatschappelijke afkomst, eigendom, geboorte of andere status.

6

(2)
Verder zal geen onderscheid worden gemaakt naar de politieke, juridische of internationale status van het land of gebied, waartoe iemand behoort, onverschillig of het een onafhankelijk, trust, of niet zelfbesturend gebied betreft, dan wel of er een andere beperking van souvereiniteit bestaat.

7

Hoewol't yn de 'Universele Ferklearring fan de rjochten fan de Minske' fêstlein is dat alle minsken rjocht hawwe op har eigen taal en op ûnderwiis dêryn en hoewol't yn de wetjouwing

fan de Europeeske Uny stiet dat de minderheidstalen in respektearre plak takomt, is de praktyk faak oars.
Yn de praktyk jilde de ekonomyske wetten en wurdt taal út it eachpunt fan nuttigens besjoen. De taal fan de groep dy't maatskiplik in sterke ekonomyske posysje hat, is dêrby it wichtichste. It is nedich om dy taal te behearskjen, wylst dat fan de minderheidstaal net frege wurdt.
Itselde jildt foar in taal dy't de offisjele taal fan in lân is, de taal dy't brûkt wurdt yn de machtssintra fan de maatskippij, yn de polityk, ekonomy en wittenskip. Yn sokke gefallen hat de taal in sterke maatskiplike posysje en in hege status. Meastentiids binne sokke situaasjes histoarysk groeid.
De offisjele taal fan in lân is faak fan oarsprong it dialekt fan in ekonomysk sterke groep. It hjoeddeiske Nederlânsk bygelyks is fuortkommen út ’e dialekten fan Noard- en Súd-Hollân, dy’t yn de santjinde ieu machtige gewesten wiene. Machtsferhâldingen binne lykwols konstant yn beweging en dêrby kin ek de posysje fan talen feroarje. Sa soe troch de tanimmende ynternasjonalisearring de posysje fan it Ingelsk yn Nederlân wol ris grutter wurde kinne. Dêrtroch wurdt de posysje fan it Nederlânsk minder sterk.
De maatskiplike status en it berik fan in taal binne dus ôfhinklik fan ekonomyske faktoaren. Mar yn de praktyk docht bliken dat de wearde dy't oan in taal takend wurdt, meastentiids basearre is op subjektive en emosjonele arguminten. Dêr stekke allerhande foaroardielen al gau de kop by op. Soks hat fansels bot ynfloed op ’e hâlding foar sawol de minderheids- as de mearderheidstaal oer en dus ek op it brûken en leare wollen fan benammen de minderheidstaal.
De provinsjale oerheid besiket de hâlding foar dy minderheidstaal oer posityf te beynfloedzjen troch it Frysk yn de domeinen fan polityk, ekonomy, wittenskip en ûnderwiis te begeunstigjen.

2.1.5 De taalsituaasje yn Fryslân

Mear as de helte fan de ynwenners fan Fryslân hat it Frysk as memmetaal. Wat it tal oanbelanget, rinne de Frysktaligen yn de ûnderskate gebieten yn Fryslân nochal wat útinoar. Dat lit it ûndersteande kaartsje sjen.

It Frysk dat yn de ferskillende gebieten praat wurdt, is net itselde. Bekend is de yndieling yn Klaaifrysk, Wâldfrysk en Súdwesthoeksfrysk. Yn Hylpen, op Skiermuontseach en op Skylge wurdt boppedat in dialekt brûkt dat sterk fan it gewoane Frysk ôfwykt.
Yn de Stellingwerven wurdt in Saksysk dialekt praat en It Bilt hat in dialekt dat in protte op it Nederlânsk liket, mar ek sterk de ynfloed fan it Frysk ûndergien hat. Yn de stêden wurde stedsdialekten praat, dy't oer it algemien mear besibbe binne oan it Nederlânsk as oan it Frysk. Datselde jildt foar de dialekten fan It Amelân, Midslân op Skylge en foar it Kollumersk. De dialekten yn Fryslân wurde sterk bedrige troch de taalmacht fan it Nederlânsk en, wat minder, troch it Frysk. It tal sprekkers fan stedsdialekten en dialekten op ’e eilannen rint dan ek hurd tebek. Understeand kaartsje jout in goed byld fan de taalsituaasje yn Fryslân.

20

Talen

Frysk is al hiel âld, âlder as twatûzen jier, sizze de taalgelearden. Mar it Frysk op skrift kenne wy út 'e tiid om it jier 800 hinne. Dat wiene wetten, dêr't de Friezen har oan hâlde moasten.
De taal dy't doe brûkt waard, is oars as it Frysk fan hjoed de dei. Taal feroaret dus troch de tiid hinne. Om't taal feroaret, wurdt net op alle plakken yn Fryslân deselde taal brûkt. Fearbylden binne it Hylpersk, it Biltsk en de stedstalen, bygelyks it Ljouwerters, it Snitsers en it Boalserts. It Stellingwerfsk yn de Súdeasthoeke fan Fryslân is wer in oar ferhaal.

Tekst: Willem Tjerkstra; kaarte: Aylen Versloot-kartografy

It Stedfrysk

Yn de Fryske stêden waard yn it ferline Frysk praat.
Doe wie der noch net safolle kontakt mei Holl'n.
Letter kamen dy kontakten der wol.
De minsken fûnen it Hollânsk in deftige taal.
Sa kaam it dat se dy taal ek begûnen te praten.
Dat diene earst allinnich de foarname boargers.
Letter naam it gewoane folk dy taal ek oer.
Mar se brûkten ek noch Fryske wurden.
Sa üntstie der in Frysk-Hollânske taal.
Dy taal neame wy it Stedfrysk.

It Hylpersk

Hylpen leit yn de Súdwesthoeke fan Fryslân.
It stedsje lei yn it ferline nochal apart.
Dêrtroch feroare de taal net sa fluch.
Alde Fryske wurden bleauwen bestean.
De Hylpers wiene seefarders.
Se foeren foaral nei Skandinavyske lannen.
En se wiene ek wol ris yn Amsterdam.
Dêrtroch waard it Hylpersk oars as it Frysk.

yn Fryslân

It Biltsk

It Bilt wie foar 1500 see.
Om dy see hinne praten de minsken Frysk.
Nei 1500 waard de see stikje foar stikje ynpoldere.
Dat diene minsken út Hollân wei.
Letter kamen der ek boeren út Hollân.
De Hollanners namen har eigen taal mei.
Sy giene om mei Friezen út 'e omkriten.
Sa ûntstie der in nije taal.
Dat wie in Frysk-Hollânske taal.
Dy taal neame wy it Biltsk.

It Stellingwerfsk

Yn it Súdeasthoeke fan Fryslân
streamt in rivier.
Dat is de Tsjonger of de Kuunder.
Súd dêrfan wurdt gjin Frysk praat.
Dêr brûkt in part fan de minsken it
Stellingwerfsk.
Dy taal liket in protte op it Drintsk.
En ek op de taal fan Noard-Oerisel.
It binne Saksyske talen.

2.2 Haadstik 2: Bern en taal

2.2.1 Ynlieding

Bern wurde berne yn de mienskip fan âlden, broerkes en suskes, famylje en oare minsken. Fan it begjin ôf binne der fisuele en auditive prikels, dêr't de lûden fan de minsklike taal ek ûnder falle. De measte âlden binne har der net fan bewust, mar troch it praten tsjin de lytse poppe is it bern opnommen yn it taalfjild. Der is sadwaande fan it begjin ôf oan taaloanbod. It bern nimt dat taaloanbod yn de rin fan de tiid op en begjint him op 'en doer yn dy taal te uterjen. Dêrmei is de taalûntwikkeling fan it bern begûn.

2.2.2 Bern en taaloanbod

Sûnder taaloanbod is der gjin taalûntwikkeling. Ut 'e skiednis binne foarbylden bekend fan bern dy't opgroeiden sûnder minsklik taaloanbod. Bern dy't ûnder sokke omstannichheden opgroeie, komme net ta praten. Sy binne foar kommunikaasje hielendal oanwiisd op gebearten en oare net-talige oanwizings. Oan de oare kant moat de taal bern ek berikke. Dôve bern bygelyks kinne it taaloanbod net op 'e gewoane wize opnimme en komme sa ek net ta spraak.
Taaloanbod allinne is lykwols net genôch. It oanbod moat ferbûn wurde mei in passende kontekst. Lit ús ris útgean fan de ûnmooglike situaasje dat bern allinnich mar taalprikels krije, sûnder dat dy ferbûn wurde mei oare lûden, mei bylden, rook, smaak en gefoelens. Mem ferbynt yn har taal bygelyks noait de flesse mei it drinken fan de lytse poppe, mar seit, wylst se oan it stofsûgjen is: "Ik jou dy no de flesse." In oare kear sprekt se deselde sin út, as se de blommen wetter jout. Sa brûkt se ek oare sinnen yn de ferkearde kontekst. Der is dus wol taaloanbod, mar it bern kin dat net ferbine mei in fêste situaasje. Om't it taaloanbod der is, soe it bern op 'en doer wol taallûden produsearje, mar sûnder ferbân en betsjutting. It hat wol lûden en wurdsjes (sûnder betsjutting) leard, mar gjin taal. It kin dus net mei oaren kommunisearje of mei taal de wrâld oarderje en ek net syn tinken en gefoelens yn taal útdrukke (sjoch de trije funksjes fan taal, beskreaun yn haadstik 1.2.).
Behalve taaloanbod is der blykber noch wat oars nedich foar de taalûntwikkeling fan bern. Dat is de ferbining fan de taal mei alle oare prikels en ek mei gefoelens. Wylst mem bygelyks de lytse poppe koesterjend yn de earm hâldt en de flesse nei it mûltsje bringt, seit se: "Sa leave, no krigest earst de flesse." It taaloanbod wurdt hjir ferbûn mei de situaasje: it byld fan de flesse, de hanneling fan it jaan en de gefoelens fan mem foar har bern. Taaloanbod fynt dus plak yn in situaasje dêr't de taal yn brûkt wurdt, de taalgebrûkssituaasje.
De taalûntwikkeling fan bern kin pas goed ferrinne, as taaloanbod oanslút by gebrûkssituaasjes. Dan leart it bern net allinnich de taalregels (taalfoarm en -ynhâld), mar it ûntwikkelet ek it fermogen om syn taal goed ôf te stimmen op 'e minsken om him hinne, bygelyks dat op in fraach in antwurd folget. It ôfstimmen op oaren neame wy de kommunikative hâlding.



2.3. Bern en taalûntwikkeling

Oan de iene kant is it bern en oan de oare it taaloanbod. Sûnder taaloanbod gjin taalûntwikkeling. Mar hokker rol spilet it bern sels by de taalûntwikkeling?

Der binne taalpsychologen dy't stelle dat it bern in leech blêd papier is, dêr't de taalyndrukken op fêstlein wurde. By harren komt suver alle klam te lizzen op it taaloanbod, it bern heint de taal op en imitearret dy.
Oare taalpsychologen geane fan it bern út, dat by de berte al in yntern taalprogramma yn him hat. Dat programma stelt bern yn steat om alle talen as memmetaal oan te learen. It bern ûntdekt yn de rin fan de taalûntwikkeling de spesifike regels fan de memmetaal en leit dy foaroan yn it universele programma fêst. It oare part fan it universele programma skoot nei achteren, as it bern net tagelyk in twadde taal oanleart. Dat part is dan ommers noch net nedich. Earst by it oanlearen fan oare talen moatte bepaalde parten fan it universele programma nei foaren helle wurde, omdat dy talen oare taalregels ha as de memmetaal. Hoewol't yn dizze benadering de klam leit op it universele programma, is wol taaloanbod nedich om taalfeardich te wurden.
Taaloanbod of yntern universeel programma? In tredde groep taalpsychologen achtet beide fan likefolle belang. Sy stelle dat bern in yntern taalprogramma hawwe dat it mooglik makket taal fan bûten op te heinen en sa de taal te learen. Universeel programma en taaloanbod binne dêrby wichtich foar de taalûntwikkeling fan it bern.

Fan 0 oant 1 jier
Bern komme op 'e wrâld sûnder taal, mar se steane wol iepen foar taal. It bern brûkt earst noch gjin taal, mar nimt wol de lûden op: de spyldoaze boppe de widze, de fluittsjettel op it fjoer en de taal fan de minsken om him hinne, foaral fan de fersoarger. It bern uteret him net yn taal, mar wol op in oare wize. It makket kontakt mei de bûtenwrâld troch te sjen en te gûlen. It bern siket mei de eagen nei it gesicht fan bygelyks de fersoarger, dy't dêrop yn de regel reagearret mei taal: "Woest no de flesse al ha? Heit sil him gau waarm meitsje, hear!" It bern kriget ek al gau yn de gaten dat it troch gûlen ek wat sizze kin: helje my út 'e widze, ik ha sin oan wat.
It gûlen is yn it earste jier net de iennige utering. Nei in pear moannen begjint de lytse poppe lûdsjes te meitsjen, dy't oanjouwe dat er tefreden is. Dy lûden binne gjin imitaasjes fan it taaloanbod, mar eksperiminten mei it sykheljen en de spraakorganen. Dat docht bliken út it grutte ferskaat oan lûden dy't it bern makket: behalve lûden út 'e memmetaal ek lûden dy't yn oare talen foarkomme. It eksperimintearjen mei lûden liedt ta brabbeljen. It bern makket wurdlidden op basis fan taaloanbod, dus wurdlidden dy't yn de memmetaal foarkomme: ba-ba, pa-pa, be-be. Dy 'wurdsjes' hawwe foar it bern noch gjin betsjutting.
It is wichtich dat de lytse poppe in protte taaloanbod kriget. Dêrmei leart er taal te ûnderskieden fan oare lûden: boppedat leit er de spesifike lûden fan de memmetaal fêst yn syn ûnthâld.

Fan 1 oant 3 jier
Om it earste jier hinne kriget it bern stadichoan yn de gaten dat yn bepaalde situaasjes wurden brûkt wurde dy't betsjutting ha. It bern begjint syn earste wurdsjes te sizzen. Earst binne dat faak allinne de lûden fan wurden, mar hieltyd mear lykje dy wurden op 'e taal fan syn fermidden. It bern begjint mei losse wurdsjes. Dy ienwurdsinnen binne wurden dy't stik foar stik in eigen sinsmelody hawwe. It ûnderskie tusken al dy sinsmelodyen brûkt it bern om betsjuttingsferskil oan te jaan, sa't út 'e folgjende situaasje bliken docht.
Marijke fan ien pakt de hân fan har heit fêst en freget: "Mei?" As heit der nei har sin net gau genôch op yn giet, ropt se, stampend mei de fuotten: "Mei!" Dat helpt. De doar komt iepen en wylst se bûtendoar stapt, konstatearret se foldien: "Mei."
It wurdsje 'mei' hat de funksje fan in hiele sin. Ik wol mei heit nei bûten ta. Heit moat mei my nei bûten ta. Ik bin mei heit nei bûten ta gien.
Nei de ienwurdsinnen komme de fazen fan de twa- en mearwurdsinnen: "Mem koekje", "Heit fyts". De ferskillende fazen binne dêrby net skerp te ûnderskieden. Bern brûke yn in bepaalde perioade soms ien-, twa- en mearwurdsinnen trochinoar.
De earste wurden dy't it bern brûkt, binne haadwurden (persoanen, foarwerpen, foarfallen), tiidwurden fan aksje en wurden dy't wat oer in haadwurd of tiidwurd sizze. Lidwurden, helptiidwurden en ferhâldingswurden (yn, op, ûnder, ensfh.) komme letter.

It bern begjint hieltyd mear wurden te brûken. Dy wurden hoege foar it bern net altiten deselde betsjutting te hawwen as foar grutte minsken. Sa brûkt it bern it wurd ‘poes’ bygelyks foar alle bisten mei hier en fjouwer poaten. It seit dus ek ‘poes’ tsjin in hûn en in skiep. Wy prate dan fan oerekstinsje. It omkearde, ûnderekstinsje, komt ek foar. Yn dat gefal beheint it bern in bepaald wurd ta ien spesifyk foarwerp en wegeret oare foarwerpen út deselde wurdklasse sa te beneamen. Sa kin it wurd ‘poppe’ foar it bern yn it earstoan allinne syn eigen fertroude poppe betsjutte en wol it oare poppen net dy namme jaan. Troch kommentaar fan grutten op dit ‘ôfwikende’ wurdgebrûk en it hearren fan deselde wurden yn oare taalgebrûkssituaasjes, krije dy wurden foar it bern stadichoan deselde betsjutting as foar folwoeksenen.

Fan 3 oant 5 jier
Sawat om it tredde jier hinne prate wy oer de differinsjaasjefaze. It bern begjint hieltyd mear wurden te brûken en makket dêrby gebrûk fan grammatikale regels en struktueren. It kriget yn de gaten dat taal net allinne ferwiist nei konkrete foarwerpen of aksjes, mar ek nei skaaimerken derfan, relaasjes dertusken, feroarings, ensafuorthinne. De útspraak en sinsbou wurde krekter.
It begjint ferlytsingswurden, meartallen en tiidwurdsferbûgingen te brûken. Yn gearhing mei syn kognitive ûntwikkeling kin it bern no ek neitinke oer situaasjes bûten it hjir en no, syn taalbegryp wurdt abstrakter. Mei fiif jier behearsket it de basisprinsipes fan de taal. It bern hat in basiswurdskat en brûkt oer it algemien grammatikaal korrekte sinnen. Yn de basisskoalle giet dy taalûntwikkeling troch. Net allinne wurdt de praatfeardichheid fierder ûntwikkele, mar de taalfeardichheden lêzen en skriuwen binne ek fan belang.

2.2.4 Taalûntwikkeling en twataligens

In taal leare giet fansels, alteast by sûne bern. Yn prinsipe binne alle minsken ek by steat in twadde taal te learen. By it learen fan in twadde taal jildt, lykas by de earste taal: der moat foldwaande taaloanbod wêze.

Twa taalsystemen
By it learen fan twa talen moat in bern him twa taalsystemen eigen meitsje. Twa systemen mei ferskillende lûden, wurden, bûgingsfoarmen en taaleigen. Nêst dy ferskillen yn taal binne der lykwols ek oerienkomsten. Dy oerienkomsten besteane yn it foarste plak út algemiene feardichheden dy’t in bern him op in bepaald stuit eigen makket en dy't winliken foar alle talen jilde. In foarbyld fan sa'n algemiene feardichheid is it besef dat men troch it brûken fan bepaalde lûdkombinaasjes oan in oar wat dúdlik meitsje kin. Sa’n besef foarmet de basis foar it praten. It is in betingst foar elke kommunikaasje yn alle talen. Dy kommunikaasje hat lykwols yn de iene taal in oare ferskiningsfoarm as yn de oare.
De Kanadeeske taalûndersiker Cummins hat dit prinsipe fan oerienkomsten en ferskillen tusken talen ferdúdlike mei it byld fan in iisberch.



Mienskiplike basis

Under wetter is in massyf stik iis, dat de ûnderlizzende lagen, de oerienkomsten tusken de talen foarstelt. Boppe wetter stekke de ferskillende toppen fan de iisberch út, dat binne de feardichheden dy't spesifyk binne foar ien fan beide talen. Wat mear de talen opinoar lykje, wat grutter de mienskiplike basis (it iis ûnder wetter). Wat mear de talen faninoar ferskille, wat lytser de mienskiplike basis. De mienskiplike basis fan Frysk en Nederlânsk is bygelyks grutter as dy fan Frysk en Sineesk. Omdat Frysk en Nederlânsk itselde skrift brûke (mienskiplike basis), hoecht dat by it learen fan de oare taal net mear oanleard te wurden. Men kin likernôch deselde tekens brûke om wat yn it Frysk en Nederlânsk op te skriuwen. Mei oare wurden: as it bern ienkear yn it Nederlânsk skriuwe kin, hoecht it dy feardichheid by Frysk net nochris te learen. It kin dy feardichheid dan 'oerdrage' fan de iene taal nei de oare. Allinne de spesifike staveringsregels (de top fan de iisberch), sa as 'ch' oan de ein fan it wurd, moat it bern noch wol oanleare. By it learen fan it Sineesk leit it oars. Dêr moatte earst de prinsipes en betsjutting fan de tekens leard wurde, foar't men skriftlik wat dúdlik meitsje kin.

Simultaan en suksessyf

By it learen fan twa talen kinne wy twa ferskillende foarmen ûnderskiede. As in bern fan de berte ôf twa talen oanbean kriget, is der sprake fan simultane twataligens. De heit praat bygelyks altyd Nederlânsk tsjin it bern en de mem Frysk. As dat konsekwint bart - ien persoan ferbine oan ien taal - is der in dúdlike skieding tusken de talen. It bern groeit yn sa'n húshâlding fan it begjin ôf twatalich op. It leart sa op in natuerlike manier twa talen.
As in bern oant likernôch fjouwer jier ientalich opgroeit en dêrnei leart it, bygelyks op skoalle, der in twadde taal by, prate wy fan suksessive twataligens. Simultaan of suksessyf, op beide wizen kin men mei sukses twatalich wurde.

Tuskentaal

As in bern al jong mei mear talen yn oanrekking komt, beskôget it dy talen yn it earstoan as ien systeem. It makket bygelyks lûden yn de iene taal dy't by it lûdsysteem fan de oare taal hearre. By it learen fan wurden hat in twatalich bern in ekstra taak yn ferliking mei ientalige bern. It moat yn de gaten krije wa't hokker taal praat en hokker wurden by hokker begripen hearre. De wurdskat bestiet yn it begjin út wurden út beide talen. As it bern fan syn Frysktalige mem it wurd 'bûsdoek' leart, dan brûkt it dat wurd earst ek tsjin syn Nederlânsktalige heit, omdat it Nederlânske wurd foar dat begryp noch net bekend is. It bern kombinearret wurden en wurddielen út 'e iene taal mei wurden en wurddielen út 'e oare taal. Sa ûntstiet der in soarte fan tuskentaal.
Dat mingen fan talen heart by in twatalige ûntjouwing. Men hoecht dêr gjin soargen oer te hawwen. It is gewoan nedich dat in bern in skoft mei de twa talen eksperimintearret en boartet. Op sa'n wize fynt it geandewei sels út hoe't de beide taalsystemen yninoar stekke en wat de ferskillen en oerienkomsten binne. Dat eksperimintearjen mei taal is op himsels in goede saak, want it twingt it bern om hieltyd op 'e nij oer taal nei te tinken.

Talen skiede

Om it twadde, tredde jier hinne kriget it bern yn de gaten dat der twa talen binne en begjint it dy fansels te skieden. It bern wit dan dat der foar ien begryp twa wurden binne, bygelyks dat it doekje om de noas yn te snuten 'bûsdoek' en 'zakdoek' neamd wurde kin. It kin de dingen yn twa talen beneame.
Der wurdt wol tocht dat troch twataligens bern letter begjinne te praten. Dat is net sa. Yn it begjin ha twatalige bern faak wol minder wurden per taal ta harren foldwaan as ientalige bern. Mar as de wurden dy't it bern yn beide talen brûkt, byinoar opteld wurde, komt it totaal measta heger út as by ientalige bern. Dat bern per taal minder wurden ha, leit foar de hân. Twatalige bern moatte by ien begryp yn har holle twa etiketten plakke. Dêrtroch hat it bern by it opbouwen fan de wurdskat wat mear tiid nedich, mar behearsket by eintsjebeslút wol twa talen.

In twadde taal suksessyf leare
By it suksessyf learen waard der earst fan útgien dat de struktuer fan de memmetaal grutte ynfloed hie op it learen fan de twadde taal. De flaters dy't yn de twadde taal makke waarden, soene út 'e earste taal wei ferklearre wurde kinne. Yn de praktyk docht lykwols bliken dat sokke flaters net safolle makke wurde. Allinne wat de útspraak oanbelanget, spilet de memmetaal wol in rol. Sa sille bern lûden dy't se yn de twadde taal net kenne, útsprekke as de lûden út har memmetaal dy't der it meast op lykje. Nederlânsktalige bern sille bygelyks muoite hawwe mei de Fryske twalûden ea, oa, ie en oe en oanstriid hawwe om dy as de ienlûden ee, oo, ie en oe út te sprekken.
Tsjintwurdich wurdt derfan útgien dat it learen fan in twadde taal op deselde wize ferrint as it learen fan de memmetaal. Krekt sa't in lytse poppe net fuortendaliks prate kin, sil ek in bern dat in twadde taal leart, net daliks mei praten begjinne. Wy prate dan fan de 'stille perioade'. It bern moat earst wenne oan de nije taal, oan it lûdsysteem, de yntonaasje en de sinsmelody. It moat de wurden leare te kombinearjen mei begripen en ek de struktuer fan de taal leare. Dat docht in bern troch te harkjen en wurden en koarte sinnen nei te sizzen. Troch reaksjes fan minsken om him hinne en it sels harkjen nei hoe't it klinkt, bringt it bern ferbetterings oan.
De folchoarder dêr't de twadde taal yn leard wurdt, is ek yn grutte halen deselde as dy fan de earste taal. Earst wurde losse wurden oernommen, dêrnei ienfâldige sintsjes en dan yngewikkelder sinnen. Twadde taallearders meitsje ek deselde soart flaters as earste taallearders, teminsten foar safier't se mei taal te krijen hawwe.
Om't in twadde taallearder yn it earstoan noch net alle wurden yn de twadde taal ta syn beskikking hat, kin der ek by suksessyf taalwinnen in perioade wêze mei in soarte fan tuskentaal. Hy brûkt dan yn syn twadde taal noch in protte wurden út 'e earste taal.
As it bern syn memmetaal noch net hielendal yn de macht hat, kin it ek foarkomme dat it eleminten út 'e twadde taal yn de earste taal brûkt. Foarbylden yn de Frysk-Nederlânske situaasje binne: 'Wannear geane wy nei huis?', 'Dat mag jij niet dwaan' en 'Ik wol net oprêde, hoor'. Soms binne de wurden dy't bern brûke net Frysk, mar ek net Nederlânsk. Dan is it in eigen boartlike fariant, bygelyks yn sinnen sa as 'de doar is net eipen (iepen)' en 'do moatst even lazen (lizzen) gean'. As in bern genôch taaloanbod yn beide talen kriget, makket it geandewei de beide taalsystemen eigen en leart dy te skieden.

2.2.5 Foardielen fan twataligens

In twatalige ûntwikkeling hat in protte foardielen boppe in ientalige. Yn it foarste plak jout de behearsking fan twa talen de mooglikheid om diel te nimmen oan twa kultueren.
Boppedat binne der oanwizings dat twatalige bern har earder bewust wurde fan spesifike foarmen en funksjes fan talen. Sy kinne oer taal neitinke. Wy neame dat meta-linguïstyske kennis.
Twatalige bern binne yndachtiger op taalferskillen en krije dêrtroch mear begryp foar de opbou fan de beide taalsystemen.
Twataligens kin liede ta gruttere kreativiteit en fleksibiliteit yn tinken: twatalige bern hawwe gauwer yn de gaten dat de ferbining tusken it wurd en it ding willekeurich is. Sy binne har der earder fan bewust dat men ferskillende etiketten op itselde begryp plakke kin, wat wichtich is foar it abstrakte tinken. Twatalige bern kinne ek makliker oare talen leare, om't se al wend binne oan it wikseljen fan talen.
Troch in twatalige ûntwikkeling witte bern dat net elkenien thús deselde taal praat. Dêrtroch kinne sy ek earder begryp krije foar minsken dy't thús noch wer in oare taal prate.

2.2.6 Betingsten foar in twatalige ûntwikkeling

Foar in suksesfolle twatalige ûntwikkeling moat der lykwols wol oan in tal betingsten foldien wurde. Yn it foarste plak moat der in ryk, ôfwikseljend en te begripen taaloanbod wêze yn de twadde taal. Foar it bern moat de learsituaasje feilich en fertroud wêze, it moat betrouwen

hawwe yn de eigen kapasiteiten en motivearre wêze om de taal te learen. Dat hat alles te krijen mei de status fan dy taal (haadstik 1.4.) en it ferlet om yn dy taal kommunisearje te kinnen.
As der net foldwaande oanbod yn ien fan beide talen is, driget de iene taal de oare te oerhearskjen. Der fynt dan in negative beynfloeding fan de iene taal op ’e oare plak. Aspekten út ’e sterkere taal wurde dan oerdroegen op ’e oare taal. Wy neame dy negative beynfloeding ynterferinsje. In foarbyld fan ynterferinsje fan Frysk nei Nederlânsk is: ‘Ik ga op bed’, in foarbyld fan Nederlânsk nei Frysk: ‘Ik soe it moatte dwaan’. Dy konstruksjes binne yn beide talen nammentlik net gelyk. ‘Op bêd gean’ is ‘Naar bed gaan’ en ‘Ik zou het moeten doen’ is ‘Ik soe it dwaan moatte’. It giet hjir om ferskillen tusken Frysk en Nederlânsk, mei oare wurden om aspekten dy't yn de toppen fan de iisberch fan Cummins te finen binne.

Boppesteande tekoarten yn de twatalige ûntwikkeling spylje ek yn de Fryske situaasje in rol. Fryslân is yn prinsipe in twatalige provinsje. Dat betsjut dat hjir twa talen, it Frysk en it Nederlânsk, fan belang binne. It wol lykwols noch net sizze dat alle bern yn Fryslân dan ek op in lykwichtige wize twatalich wurde. Bern mei in minderheidstaal sa as it Frysk, wurde eins altyd twatalich om’t de oare taal, it Nederlânsk, yn de maatskippij en it ûnderwiis sa’n sterke posyje hat, dat elk dy taal wol leare moat. Foar bern dy’t de mearderheidstaal, it Nederlânsk, prate, is it dreger twatalich te wurden. Omdat har taal maatskiplik tige sterk stiet, kinne sy faak folstean mei har earste taal en wurdt fan h
ar net frege om de oare taal - de minderheidstaal - te behearskjen. Foar de Frysktaligen driget boppedat it gefaar dat troch de sterke posysje fan it Nederlânsk der in protte Nederlânske ynterferinsjes yn har Frysk telâne komme.

Foar de basisskoallen yn Fryslân leit hjir de taak om by net-Frysktaligen likegoed as by Frysktaligen in goede, lykwichtige twatalige ûntwikkeling op gong te bringen en te stypjen.

2.4 Haadstik 4: Skoalle en taal

2.4.1 Taal yn de haadrol

Taal spilet op skoalle de haadrol. Better sein: taal spilet dêr in protte rollen, want taal wurdt op skoalle op ferskillende manieren brûkt en ynset.
As de bern foar skoaltiid of yn it skoft op it plein boartsje, tilt it op fan taal. Se wikselje nijs út, regelje mei taal it boartsjen en de spultsjes of besprekke de plannen foar nei skoaltiid. Dat is *omgongstaal tusken bern*.
As de skoalle begjint, makket de learkrêft op 'e gong of by de lokaaldoar in praatsje mei de bern: oer de nije skuon fan Ben, de tas mei de traktaasje fan Jesse of oer de sike knyn fan Anja. Under it selsstannich wurkjen leit se de opdracht noch ris oan Baukje út, want dy hie it net hielendal begrepen. De taal dy't dan brûkt wurdt, is de *omgongstaal tusken learkrêft en it yndividuele bern.*
Yn it rûntepetear fertelle de bern har nijs fan dy dei. De learkrêft leit de sommen út. Bern en learkrêft brûke dêrby út 'e gewoante wei in bepaalde taal of hawwe dêr bewust in ôfspraak oer makke. De taal dy't yn mienskiplike situaasjes bewust of net bewust brûkt wurdt, is de *fiertaal.*
De learkrêft jout Nederlânske, Fryske of Ingelske taalles. Dêrby giet it derom dat de bern dy talen better leare te ferstean, praten, lêzen en/of skriuwen. Dat giet mei help fan bepaalde middels, bygelyks in metoade mei lesboeken, wurkboeken, in staveringsprogramma yn dy talen. Dan giet it om *taal as fak*.
Taal komt op in protte manieren op skoalle foar: bern meitsje in wurkstik, sykje boeken en oare media út it dokumintaasjesintrum en presintearje it resultaat foar de groep, bygelyks yn in toanielstikje. Oan de muorren fan it lokaal hingje platen mei opskriften en op it prikboerd meidielings en kranteberjochten. De skoalle stjoert geregeld in brief mei in meidieling of fraach nei de âlders en jout in skoalkrante út, ensfh.
Wy herkenne yn de foarbylden de trije funksjes fan taal (sjoch ek paragraaf 1.2.): kommunikaasje (rûntepetear), oardering (wurkstik) en ekspresje (toanielstikje).

2.4.2 Skoalle en taalfariaasje

Bern komme op skoalle mei ferskillende taalbagaazje. Se ferskille yn taalkapasiteiten en binne opgroeid yn húshâldings mei in ferskillend taaloanbod.
De taalkapasiteiten fan in bern hingje gear mei oanlis en miljeu. Wy kinne it ek sizze mei de wurden út haadstik 2.3: it ynterne programma fan it bern en it taaloanbod spylje beide in rol. Is it bern mear of minder taalgefoelich? Groeit it bern op yn in húshâlding mei in bytsje of in protte taaloanbod?

It ûndersyk fan de ûnderwiissosjolooch Bernstein neame wy hjir as in foarbyld fan de ynfloed fan ferskillende soarten húshâldings. Hy makke ûnderskied tusken húshâldings mei in 'restricted code' en in 'elaborated code'. Yn it earste gefal brûkten de âlders, meastal út 'e arbeidersklasse, koarte sinnen en in beheind tal wurden. Se hiene oan in heal wurd genôch om dúdlik te meitsjen wat se bedoelden. Alders dy't tsjin de bern de 'elaborated code' brûkten, kamen meast út 'e sosjale middenklasse. Se praten tsjin har bern yn folsleine sinnen en brochten fariaasje yn de taal oan. Net in heal wurd wie genôch, mar it sa sekuer mooglik oanjaan wat sein wurde moast. Under oare op basis fan it ûndersyk fan Bernstein waard sein dat arbeidersbern mei in taalachterstân op skoalle kamen (de achterstân-opfetting). Lettere ûndersikers hawwe dy opfetting fersmiten en kamen mei in oare teory: de sosjale middenklasse mocht net as noarm steld wurde foar oare miljeus: dêrom mocht men it ek net ha oer achterstân, mar wie der sprake fan ferskillen (de ferskil-opfetting).

De skoalle hat dus te krijen mei ferskillen tusken bern op basis fan taalkapasiteiten en miljeu. Mei dy yndividuele taalfariaasje moatte de learkrêften rekken hâlde. Konkreet hâldt soks yn dat de skoalle ek de 'restricted code' fan in tal bern as begjinsituaasje akseptearret en alle learlingen fierder bringe moat yn de taalûntwikkeling.
Net allinnich de taalkapasiteiten fan it bern en de húshâlding binne fan ynfloed op 'e taalfariaasje yn skoalle, mar ek hokker talen brûkt wurde. Net alle bern wurde thús mei deselde taal grutbrocht. By de bern dy't op 'e basisskoallen komme, is in grut ferskaat oan memmetalen. Dêrby kinne wy ûnderskie meitsje tusken autochtoane en allochtoane talen. By autochtoane talen giet it om talen dy't fanâlds hjir praten wurde en maatskiplik ek in beskate funksje hawwe, sa as Frysk, Nederlânsk of in streektaal (Stellingwerfsk, Biltsk, stedsfrysk). De allochtoane taalfariaasje is in gefolch fan de ynstream fan bern út oare lannen, dy't bygelyks Turksk, Berbersk of Spaansk as memmetaal hawwe.
De skoalle dy't te krijen hat mei autochtoane of allochtoane talen, sil yn alle gefallen wurkje moatte oan in goede taalhâlding fan bern: it respektearjen fan elkoars earste taal en it akseptearjen fan nuânses yn de standerttaal dy't feroarsake wurde troch de earste taal. Dat is it minste wat learkrêften de bern foarlibje kinne.
De folgjende fraach is op hokker wize oare talen as it Nederlânsk, bygelyks it Frysk, op de ien of oare wize yn it ûnderwiis oan de oarder komme kinne.

2.4.3 It Frysk yn it ûnderwiis

De skoalle moat rekken hâlde mei de begjinsituaasje fan it yndividuele bern. By dy begjinsituaasje heart ek de taal dy't it bern praat. Dy taal kin in oare taal wêze as it Nederlânsk. De skoalle heart dêrop yn te spyljen; dat jildt noch mear as it om in hiele groep bern giet mei in oare taal, bygelyks Fryske, Stellingwerfske of Turkske bern. It hat lykwols lang duorre foar't belieds- en praktykminsken each krigen foar de ferskillen yn taal dêr't bern mei op skoalle kamen en dêr didaktysk ek wat mei diene.

2.4.3.1 Gjin omtinken foar it Frysk

Dat in bern mei in oare taal as it Nederlânsk de skoalle yn kaam, waard lange tiid gjin acht op slein. Doel fan it ûnderwiis wie om sa gau mooglik de skoaltaal oan te learen en in oare taal wie dêrby mar lestich. Twa talen soene betizing jaan yn de kopkes fan de bern. As de earste taal in minderheidstaal wie, waard dat sjoen as in handikap dy't sa gau mooglik ferholpen wurde moast. Dat koe troch allinnich les te jaan yn de mearderheidstaal en oan de minderheidstaal gjin omtinken te jaan of dy taal te ferbieden.
Oant yn de tweintichste ieu wiene de skoallen yn Fryslân ientalich Nederlânsk. Earst yn 1937 kaam der lykwols in bytsje romte foar it Frysk yn it ûnderwiis (sjoch haadstik 3.1.4.).

2.4.3.2 Frysk as opstap

Yn de rin fan de tweintichste ieu feroare it tinken oer twataligens. Ut ûndersiken die bliken dat omtinken foar de earste taal fan it bern gjin skea die oan de behearsking fan de mearderheidstaal. Der waard fan útgien dat bern har yn de memmetaal it bêste uterje kinne en har it meast thúsfiele. Op pedagogyske en didaktyske grûnen koene de bern wol opheind wurde yn har memmetaal. Fan dêrút wei wie it makliker om de mearderheidstaal te learen, dy't yn de lettere learjierren alle omtinken krige. De earste taal waard sa in soarte fan opstap nei de twadde taal.
Dat prinsipe waard ek tapast yn it eksperimint mei njoggen twatalige skoallen, dat yn 1950 útein sette. It Frysk yn de earste twa klassen (no groep 3 en 4) wie in opstap nei it ûnderwiis yn it Nederlânsk (sjoch haadstik 3.1.4.).

2.4.3.3 Frysk as ferplichte fak

Yn it eksperimint mei de njoggen twatalige skoallen spile in pedagogysk-didaktysk motyf mei: bern opheine yn har earste taal om fan dêrút wei stadichoan oer te skeakeljen op 'e twadde taal: it Nederlânsk, dat yn de hegere learjierren de fiertaal wie.
Der waard lykwols ek hieltyd mear wiisd op it maatskiplike en kulturele belang fan it Frysk. Fryslân is in twatalige provinsje en as men dêr goed yn funksjonearje wol, moat men Frysk en Nederlânsk beide yn de macht hawwe. Boppedat draacht it ûnderwiis yn it Frysk by ta behâld fan de taal en kultuer fan Fryslân. Bern moatte net allinnich opheind wurde yn it Frysk, mar har ek fierder ûntjaan kinne yn dy taal. Dêrom soe it Frysk ek yn de hegere learjierren as fiertaal tastien wurde moatte. Boppedat jildt it maatskiplike en kulturele belang net allinnich foar Frysktalige, mar ek foar oarstalige bern yn ús provinsje.
Yn 1974 waard de Leger Underwiiswet sa wizige dat it mooglik wie om it Frysk ek yn de hegere learjierren as fiertaal te brûken. Mei yngong fan 1 augustus 1980 waard it Frysk in ferplichte fak, it brûken fan Frysk as fiertaal bleau fakultatyf (sjoch haadstik 3.2.4.)
Ut ûndersyk fan De Jong en Riemersma (1990) docht bliken dat de skoallen yn Fryslân, wat de behearsking fan it Nederlânsk oanbelanget, it net minder dogge as skoallen bûten Fryslân. Dêrby skoare skoallen dy't in soad yn it Frysk dogge, net minder as de oare skoallen. De resultaten binne gelyk, wylst dy skoallen it wol better dogge as it om de behearsking fan it Frysk giet.

2.4.3.4 Twataligens as ferriking

Bûtenlânske ûndersiken, û.o. fan Cummins, wiisden út dat omtinken foar de minderheidstaal positive resultaten hawwe kin. Dat jildt likegoed foar sprekkers fan de minderheids- as fan de mearderheidstaal.
As foardielen fan twataligens foar de algemiene ûntjouwing wurde û.o. neamd:
- Twatalige bern ûntwikkelje in better ynsjoch yn de opbou fan taalsystemen.
- Se hawwe mear noasje fan taalferskillen.
- Twataligens kin liede ta in gruttere fleksibiliteit yn tinken: twatalige bern hawwe earder yn de gaten dat de ferbining tusken 'it wurd' en 'it ding' willekeurich is.
- Troch twatalich ûnderwiis hawwe bern earder begryp foar oaren yn oare situaasjes.

Foar sprekkers fan de minderheidstaal jildt boppedat dat omtinken foar har eigen taal in posityf selsbyld befoarderje kin.

De wetlike ferplichting fan it Frysk yn de basisskoalle hie fan gefolgen dat yn 1993, krekt as foar de oare fakken, kearndoelen ûntwikkele waarden. Dy kearndoelen binne foar de skoallen in rjochtline dêr't se nei ta wurkje moatte.

2.4.4 Wêrom Frysk yn it basisûnderwiis?

Yn de rin fan de tweintichste ieu hat it Frysk stadichoan in plakje krigen yn it basisûnderwiis. Wetlik is Frysk in ferplichte fak foar de skoallen fan primêr ûnderwiis yn Fryslân, allinne gebieten mei in oare streektaal (It Bilt, de Stellingwerven en de Waadeilannen) kinne dêr ûntheffing foar krije. Dêrnêst kin it Frysk yn de skoallen fan primêr ûnderwiis yn alle learjierren as fiertaal brûkt wurde. Krekt as foar alle oare fakken binne der foar it Frysk kearndoelen fêststeld.

De motiven dy't ta dizze ferplichting laat hawwe, sette wy noch ris op in rychje.

2.4.4.1 Pedagogysk-didaktysk motyf

Omtinken foar it Frysk út pedagogysk-didaktysk eachpunt wei is benammen fan belang foar Frysktalige bern. Foar harren is it goed dat sy opheind wurde yn de eigen taal, omdat dy it

meast eigen en fertroud is. In oare taal kin sjoen wurde as ûnfeilich en bedriigjend; sa'n situaasje foarmet net in goede basis foar it bern om him te ûntwikkeljen.
Te min omtinken foar de eigen taal is net geunstich foar de ûntwikkeling fan de persoanlikheid, foar in posityf selsbyld en foar it eigen bewustwêzen fan de bern. Sy kinne yn sa'n situaasje de eigen taal as minderweardich begjinne te sjen en dêrmei ek de brûkers fan dy taal, sa as heit en mem. Dat kin ek liede ta ferfrjemdzjen fan har miljeu.

Bern dy't op skoalle komme, nimme yn har eigen taal al in grutte kennisskat mei. Yn dy taal hawwe se har al tal fan begripen eigen makke. Yn de skoalsituaasje wurdt soms tocht dat se in begryp net witte, mar dan kinne se allinnich it Nederlânske wurd net. Troch der yn har memmetaal nei te freegjen, kin neigien wurde oft bern har dy begripen al eigen makke hawwe. In oar argumint is dat bern algemiene feardichheden, sa as lêzen en skriuwen, faak better yn har eigen taal leare. Boppedat ha bern rjocht op ûnderwiis yn de eigen taal en kultuer en moatte sy har yn har earste taal ek fierder ûntjaan kinne.
Der is gearhing tusken de ûntwikkeling yn de earste en de twadde taal. In goede behearsking fan de earste taal is in betingst foar it goed learen fan de twadde taal.

Foar net-Frysktalige bern jildt it motyf fan opheinen yn de eigen taal net, as it om it Frysk giet. Dochs kin omtinken foar Frysk ek by net-Frysktalige bern in positive bydrage leverje oan de algemiene ûntwikkeling fan it bern. Sy kinne sa twatalich wurde. Twatalich ûnderwiis kin liede ta bettere taalfeardichheden (sjoch ek paragraaf 4.3.4.).

2.4.4.2 Kultureel motyf

It Frysk wurdt mûnling en skriftik op ferskate wizen brûkt. Al dy mûnlinge en skriftlike uteringen foarmje in part fan de Fryske kultuer. Troch it Frysk komme de bern yn oanrekking mei dy kultuer en kinne se dêroan dielnimme. Om de Fryske taal en kultuer ek yn de takomst fuort te setten, is it wichtich dat dy oerdroegen wurde op 'e bern, net allinnich de Frysktalige mar ek de net-Frysktalige. It ûnderwiis hat in wichtige funksje yn de kultueroerdracht en dat jildt ek foar it Frysk.

2.4.4.3 Maatskiplik motyf

Fryslân is in twatalige provinsje. Wol men yn Fryslân maatskiplik meidwaan, dan kin men net om it Frysk hinne en moat men it Frysk op syn minst passyf behearskje. Foar ferskate beroppen (sûnenssoarch, ûnderwiis, tsjinstferliening, media, oerheid) is aktive behearsking fan it Frysk in pree, wylst men by it kulturele en politike libben yn Fryslân ek net bûten it Frysk kin.
Om de bern, net-Frysktalige likegoed as Frysktalige, ta te rieden op dy twatalige maatskippij, kinne de skoallen yn Fryslân net om it Frysk hinne.

2.4.4.4 Taalpolityk motyf

It Nederlânsk hat in sterke posysje yn maatskippij en ûnderwiis en wurdt dêryn troch de oerheid stipe. Foar it fuortbestean fan it Frysk is it wichtich dat dy taal maatskiplik lykweardich meidraaie kin. Dat is lykwols noch net altyd it gefal. Yn it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk kinne oerheid en ûnderwiis in positive bydrage leverje.

2.5 Haadstik 5: Mear talen op skoalle

2.5.1 Ynlieding

Skoallen hawwe te krijen mei mear talen. Dat komt û.o. om't de learlingen in ferskillende taalachtergrûn hawwe. Foar it iene bern is de memmetaal Nederlânsk, it oare komt út in húshâlding mei in streektaal en op in protte skoallen sitte ek bern dy't fan hûs út in allochtoane taal prate. Yn Fryslân komt dêr it Frysk as twadde rykstaal noch by. De skoalle sil yn it foarste plak om pedagogyske motiven rekken hâlde moatte mei de ferskillende taalachtergrûnen fan de bern. In bern fielt him it meast fertroud yn de eigen memmetaal. Fan de learkrêften wurdt op syn minst ferwachte dat sy in respektfolle hâlding hawwe foar de ferskillende talen oer en dy hâlding ek oerdrage yn har pedagogyske en didaktyske hanneljen. Pedagogysk troch blike te litten dat talen lykweardich binne. Didaktysk troch, wêr't der gelegenheid foar is, de streek- of allochtoane talen ris oan de oarder te stellen yn de lessen.

Foar alle skoallen yn Nederlân binne twa talen ferplichte: it Nederlânsk en it Ingelsk. Yn Fryslân komt dêr de wetlike ferplichting foar it Frysk noch by. Dy ferplichting jildt inkeld foar it Frysk as fak. Skoallen kinne it Frysk ek as fiertaal brûke, mar dat is fakultatyf. It Ingelsk is ek allinnich as fak ferplichte.

Yn Fryslân komme dus teminsten trije talen op 'e basisskoalle foar: it Nederlânsk, it Frysk en it Ingelsk. As allinnich it Nederlânsk as fiertaal brûkt wurdt en it Frysk en Ingelsk inkeld as fak foarkomme, is de skoalle ientalich. Der is sprake fan twataligens, as bygelyks nêst it Nederlânsk it Frysk ek as fiertaal brûkt wurdt. Komt dêr it Ingelsk ek noch by as fiertaal, dan is de skoalle trije- of meartalich.

Yn dit haadstik komt earst de teory fan twa- of meartaligens op skoalle oan de oarder. Dêrnei folget in paragraaf oer de ferhâlding tusken de talen yn it basisûnderwiis. Yn it lêste part wurde yn it koart de praktyske konsekwinsjes fan twa- of meartaligens op in rychje set. Yn de haadstikken 6 o/m 9 fynt de útwurking yn de ferskillende groepen plak.

2.5.2 Teory fan meartalich ûnderwiis

Foar de skoalle binne twa taalteoryen fan belang: de teory fan de Kanadees Cummins en de teory fan de Amerikaan Krashen.

2.5.2.1 Transfer fan oerienkomsten

Cummins hat mei it model fan de iisberch oanjûn dat der tusken talen oerienkomsten en ferskillen binne (sjoch ek paragraaf 2.4.). In oerienkomst is bygelyks de gelikense lettertekens yn it Frysk en it Nederlânsk (it alfabet). In ferskil is de stavering tusken *berg* en *berch* oan de ein fan it wurd.
De oerienkomsten binne ferbylde yn it part fan de iisberch dat ûnder wetter is; de ferskillen stekke as toppen boppe it wetter út.

In minske makket by it learen fan in twadde taal - ûnbewust en bewust - gebrûk fan de oerienkomsten tusken de talen. Bepaalde aspekten draacht er dan út 'e memmetaal wei oer nei de twadde taal. Dat binne de aspekten dy't yn it byld fan de iisberch ûnder wetter sitte. Wat dêrfan leard is yn de memmetaal, hoecht net op 'e nij yn de twadde taal oanleard te wurden. Wy neame dit prinsipe fan de oerdracht ek wol transfer.
In pear foarbylden fan transfer binne:
- As bern lêzen leard hawwe yn it Nederlânsk, kin it lêzen yn it Frysk en Ingelsk dêrby oanslute. It hiele lêsproses hoecht net oerdien te wurden, allinnich de ferskillen moatte ekstra

omtinken krije.
- As bern de lêsstrategyen by it begripend lêzen yn it Nederlânsk behearskje, sille sy dy ek by Fryske teksten tapasse kinne.
Ien fan de konklúzjes út 'e teory fan Cummins foar it meartalich ûnderwiis is: as by it ûnderwiis yn twa of mear talen goed omtinken jûn wurdt oan it prinsipe fan transfer, dan hat it learen fan de iene taal in positive ynfloed op it learen fan de oare.

2.5.2.2 Taalwinne en taalleare

Krashen hat in teory ûntwikkele dy't benammen foar it ûnderwiis op skoalle fan belang is. Hy makket ûnderskied tusken taalwinnen en taallearen.
Taalwinnen is in ûnbewust proses. De taalregels wurde op in natuerlike wize oanleard, yn de kommunikaasje tusken persoanen. Dêrby is de ynhâld wichtiger as de foarm. It bewust oanlearen fan regels en it ferbetterjen fan flaters wurkje earder negatyf as dat it stypjend is. It oanlearen fan in twadde taal op 'e manier fan taalwinnen is ferlykber mei hoe't jonge bern de memmetaal leare.
Taalleare is in bewust proses, wat it tapassen fan oanlearde regels ynhâldt. It learen fynt plak op basis fan ynstruksje. Benammen wurdt omtinken jûn oan de foarm fan de taal. Flaters wurde by it taallearen wol ferbettere.

Krashen lûkt de konklúzje dat it learen fan in twadde taal it bêst ferrint op 'e manier fan taalwinnen. In betingst is dat der foldwaande oanbod is yn dy taal. Mei oare wurden: de taal moat op skoalle foar in wêzentlik part fan de tiid dan wol as fiertaal brûkt wurde. De bern wurde op dy wize ûnderdompele yn de twadde taal.
Yn de Fryske situaasje is dat noch lang net op alle skoallen it gefal. De trijetalige skoallen binne in útsûndering; sy passe in model ta dat romte jout oan it brûken fan sawol Nederlânsk, Frysk en Ingelsk as fiertaal (sjoch paragraaf 5.3.3.).
It hat bliken dien dat bern oant in jier as sân in twadde taal it bêst leare op de manier fan taalwinnen. De ûnderbou fan de basisskoalle soe dan yn Fryslân sa ynrjochte wurde moatte dat der sawol foar it Nederlânsk as foar it Frysk in lykwichtich oanbod is. Dan leare bern mei Frysk as earste taal it Nederlânsk ek goed. Omkeard krije bern mei Nederlânsk as earste taal in goede behearsking fan it Frysk.

2.5.3 Ferhâlding tusken talen

Yn it basisûnderwiis yn Fryslân ferskille de ferhâldings tusken de talen sterk. Rûchwei binne der trije benaderings (sjoch ek haadstik 4.3.):
* It Frysk as fak, meastal per groep ien les yn de wike. It Nederlânsk nimt yn sa'n situaasje in folle grutter plak yn, bygelyks elke dei in les Nederlânsk as fak en Nederlânsk folslein as fiertaal.
* It Frysk as fak en as fiertaal. De skoallen mei dizze twatalige benadering kieze wol foar in rommere tiid foar it Frysk, mar dy is meastal beheinder as de tiid foar it Nederlânsk. Bygelyks ien les yn de wike Frysk as fak en ien deidiel yn de wike Frysk as fiertaal. It Nederlânsk hat bygelyks fiif lessen per wike en wurdt dan acht deidielen as fiertaal brûkt.
* Yn it trijetalige model is der lykwicht tusken it Nederlânsk, it Frysk en it Ingelsk as fak en fiertaal.

2.5.3.1 It Frysk as fak

Yn de ferskillende groepen wurdt ien les yn de wike Frysk jûn. Yn de ûnderbou is meastal it doel dat de bern it Frysk ferstean kinne, yn de midden- en boppebou komt dêr it doel fan it lêzen noch by. Sa lei(t) it lân der yn de measte skoallen yn de stêden en gruttere plakken hinne. Mar der binne ek skoallen dy't kieze foar doelen dy't fierder rikke: sy wolle de bern ek Frysk praten en skriuwen leare. De Fryske stavering wurdt dan meastal oanleard yn de boppebou.

It is dúdlik dat ien Fryske les yn de wike net folslein strykt mei it prinsipe fan de tranfer (Cummins) en de teory fan it taalwinnen (Krashen). De tiid foar it Frysk is fierste beheind om optimaal te profitearjen fan de oerdracht fan it Nederlânsk nei it Frysk. En om't der mar sa'n bytsje tiid foar it Frysk is, fynt der ek amper transfer plak yn omkearde rjochting, nei it Nederlânsk ta. Dêr komt by dat beide talen faak noch sjoen wurde as twa skieden systemen, sûnder mooglikheden fan transfer.
As Frysk as fak jûn wurdt, is der earder sprake fan taallearen as fan taalwinnen. It learen fynt meast plak op basis fan ynstruksje, regels en it ferbetterjen fan flaters. It learen as natuerlik proses komt amper oan de oarder. Dat kin ek net mei ien les yn de wike.

2.5.3.2 Twatalich ûnderwiis

Der binne skoallen dy't foar twatalich ûnderwiis keazen ha: sy jouwe it Frysk as fak en brûke it Frysk ek as fiertaal. Dat kin wêze by bepaalde ûnderdielen of fakken, lykas it rûntepetear, biology, gymnastyk of muzyk. Der binne ek skoallen dy't keazen ha foar in Fryske middei of dei. Dan wurdt ien middei of dei yn de wike it Frysk as fiertaal brûkt.
Skoallen mei it Frysk as fak en fiertaal binne twatalich. Hoe lykwichtiger de ferhâlding tusken Nederlânsk en Frysk as fiertaal, hoe grutter de mooglikheden fan transfer yn beide rjochtings binne. In betingst is wol dat de learkrêften har bewust binne fan dy mooglikheden.
By it brûken fan it Frysk as fiertaal wurdt de taal op in natuerlike wize oanleard. Der is kommunikaasje yn it Frysk tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar. Sa leare sy de taalregels yn in natuerlike situaasje. Nêst it taallearen (Frysk as fak) is der dus ek sprake fan taalwinnen (Frysk as fiertaal).

2.5.3.3 Trijetalich ûnderwiis

Trijetalige skoallen jouwe Nederlânsk, Frysk en Ingelsk as fak en brûke dy trije talen ek as fiertaal. Yn de groepen 1 o/m 6 wurde it Nederlânsk en Frysk as fiertaal brûkt yn de ferhâlding 50/50. Yn de groepen 7 en 8 is Ingelsk foar 20 prosint fan de tiid fiertaal (bygelyks twa middeis yn de wike); foar it Nederlânsk en Frysk wurdt de ferhâlding dan 40/40.
Troch dy lykwichtige fiertaalferdieling binne de mooglikheden fan transfer foar de trije talen goed te realisearjen. Boppedat komme de bern, as sy de trije talen as fiertaal brûke, yn de natuerlike situaasje fan taalwinnen.

2.5.4 De stap foar stap strategy

Nei tweintich jier Frysk as ferplichte fak op skoalle (1980 - 2000) die út ûndersyk bliken dat fierwei de measte basisskoallen net foldiene oan de easken fan goed Frysk ûnderwiis. Mei op basis fan dat ûndersyk makken ryk en provinsje bepaalde ôfspraken, dy't troch de provinsje útwurke waarden yn it 'Plan fan Oanpak Frysk yn it Underwiis' (2002). Dat plan joech oansetten foar de ferbettering fan it Fryske ûnderwiis fan de foarskoalske perioade oant en mei de hegeskoallen.
Foar elke basisskoalle jildt dat sy út har eigen begjinsituaasje wei in paad útset nei de takomst. Skoallen dy't bygelyks inkeld Frysk ferstean en Frysk lêzen as doel ha, fiere nei ferrin fan tiid ek it Frysk praten en skriuwen yn (Frysk as fak mei alle fjouwer domeinen). In folgjende stap kin wêze it brûken fan Frysk as fiertaal by ien of mear fakken. De skoalle kin oan de ein fan it trajekt kieze foar in lykwichtige ferhâlding tusken de trije talen as fak en fiertaal, bygelyks it model fan de trijetalige skoalle.

2.5.5 Gefolgen foar de praktyk

Alle skoallen ha te krijen mei besteande saken dêr't sy gjin ynfloed op ha, bygelyks de taalachtergrûn fan de bern en har oanlis foar taal. Mei op basis dêrfan ûntwikkelet de skoalle in bepaalde taalpraktyk, ek foar it Frysk.
Dy praktyk - de besteande situaasje fan mear as tweintich jier Frysk yn it basisûnderwiis - en

de strategy foar de takomst foarmje ien kant fan de taalmedalje (paragraaf 5.3.). De oare kant is de taalteory (paragraaf 5.2.). Hokker gefolgen hawwe dy beide kanten foar it taalûnderwiis?

2.5.5.1 Begjinsituaasje, doelen en differinsjaasje

Alle skoallen hawwe te krijen mei in begjinsituaasje en mei doelen. De besteande situaasje fan de skoalle, tagelyk begjinsituaasje foar de stap foar stap strategy (sjoch paragraaf 5.4.), is yn de rin fan de jierren ûntstien. Der binne bygelyks skoallen dy't in bytsje oan it Frysk dogge, mar ek skoallen dy't rom omtinken oan dy taal jouwe. De besteande praktyk is û.o. ôfhinklik fan de taalachtergrûn fan de bern. Mei oare wurden: wat is harren memmetaal? Rûchwei binne der fjouwer katogoryen skoallen: skoallen mei meast Frysktalige bern; skoallen mei sawat likefolle Frysktalige as Nederlânsktalige bern; skoallen mei meast Nederlânsktalige bern; en skoallen mei nei ferhâlding in protte allochtoane bern. Is de taalachtergrûn fan alle bern yn kaart brocht, dan beskikt de skoalle oer de eigen taalkaart. It makket nochal wat út foar it ûnderwiis yn it Frysk, as de bern sawat allegearre Frysktalich binne of dat de skoalle yn in stedswyk stiet dêr't in protte allochtoane bern wenje. Yn it earste gefal kinne de doelen foar it Frysk folle heger lizze. De doelen dy't de skoalle foar de takomst stelt, binne dus basearre op 'e besteande praktyk.

Skoallen ferskille net allinnich wat de taalsituaasje oanbelanget. Der binne yn in skoalle ek grutte ferskillen tusken de bern. Dy ferskillen hawwe te krijen mei taalachtergrûn en taalkapasiteit. Foar in Frysktalich bern mei in grutte taalkapasiteit kinne de doelen foar it Frysk heger lizze as foar in Nederlânsktalich bern dy't net sa goed yn taal is. Dêr sil de learkrêft by it taalûnderwiis rekken mei hâlde moatte. Mei oare wurden: binnen de groep is differinsjaasje nedich.

Begjinsituaasje, doelen en differinsjaasje binne aspekten dy't te krijen hawwe mei saken dêr't de skoalle gjin ynfloed op hat (û.o. taalachtergrûn en oanlis foar taal). Wol kin de skoalle dy trije aspekten sa op elkoar ôfstimme dat it bern him sa optimaal mooglik op it mêd fan taal ûntwikkelet. Oanslutend by de begjinsituaasje de doelen sa stelle dat it bern dy helje kin fia in by him passend trajekt.

Begjinsituaasje, doelen en differinsjaasje binne foar de ferskillende groepen fierder útwurke:
Foar de groepen 1 en 2 yn haadstik 7.2. en 7.3.
Foar de groepen 3 en 4 yn haadstik 8.3. o/m 8.5.
Foar de groepen 5 o/m 8 yn haadstik 9.3. o/m 9.5.

2.5.5.2 Taalteory en ûnderwiispraktyk

Ut 'e taalteory fan Cummins en Krashen docht bliken dat der safolle mooglik taaloanbod wêze moat om de prinsipes fan transfer en taalwinnen optimaal te realisearjen (sjoch paragraaf 5.2.). Foar it prinsipe fan de transfer jildt dat uteraard foar twa of mear talen yn deselde perioade.
In rom taaloanbod kin op ferskillende manieren stal krije. Wy jouwe dêr in oersicht fan; de útwurking fynt plak yn de praktykhaadstikken (6) 7 o/m 9.

De fjouwer taaldomeinen
Taal moat klinke. Bern harkje nei taal om de taal te learen. Sy moatte begripe wat der sein wurdt, dus begripend harkje. Bern moatte ek prate. Troch sels taal te brûken, wurde sy mûnling taalfeardich. Harkje en prate binne de mûnlinge taaldomeinen. Dy domeinen foarmje de basis fan de taal.
Bern moatte ek lêzen leare. Troch it lêzen nimme sy ynformaasje op of genietsje sy fan in fiktive tekst. Bern moatte begripe wat de tekst seit, dus begripend lêze. Bern leare ek skriuwen. Troch teksten te skriuwen, wurde sy skriftlik taalfeardich. Lêzen en skriuwen binne

de skriftlike taaldomeinen.
As yn de fjouwer domeinen safolle mooglik taaloanbod yn it Nederlânsk, Frysk (en Ingelsk) is, dan binne der optimale mooglikheden foar transfer en ‘winne’ de bern yn in natuerlike situaasje de talen.
De praktyske útwurking fan de fjouwer taaldomeinen fynt plak:
Yn haadstik 7.4. foar groep 1 en 2.
Yn haadstik 8.9. o/m 8.12 foar groep 3 en 4.
Yn haadstik 9.9. o/m 9.12 foar groep 5 o/m 8.

Sichtberens fan de taal
Taal moat sichtber wêze. De taal is bygelyks te sjen yn de lêsboeken en yn it skriftlike wurk fan de bern. Mar ek yn de lokalen, de gongen en de mienskipsromte moat de taal sichtber wêze, bygelyks op posters, kalinders en it nijsprikboerd. In rom taaloanbod oan de muorren, dat geregeld fernijd wurdt, jout gelegenheid ta kommunikaasje.
Sjoch fierder:
Haadstik 8.7 foar groep 3 en 4.
Haadstik 9.8 foar groep 5 o/m 8.

Wurdskatûnderwiis
Wurden binne de boustiennen fan de taal. Dêrom moatte de bern wurden leare om taalfeardich te wurden. Sy moatte de betsjutting fan de wurden begripe (passive wurdkennis) en sels de wurden yn de goede kontekst brûke (aktive wurdkennis).
De bern leare net allinnich wurden yn de taallessen, mar ek by oare fakken, benammen by wrâldoriïntaasje. It is nedich dat de learkrêften foar it oanlearen fan wurden in didaktyk brûke dy’t tapasber is foar it hiele ûnderwiis.
In rom oanbod fan wurden yn de trije talen fan de basisskoalle fergruttet de mooglikheid fan transfer. Hoewol’t de bern de wurden mei in bepaalde didaktyk bewust oanleare (taallearen), kinne sy dyselde wurden ek brûke as boustiennen foar it fierdere taalwinnen.
De útwurking fan it wurdskatûnderwiis fynt plak yn haadstik 8.8.

Ynteraksje
Bern leare taal troch te harkjen en te praten. Der moat dus mûnlinge ynteraksje wêze, ynteraksje tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar. Der binne ferskillende ynteraktive wurkfoarmen, bygelyks it hâlden fan petearen, it ynteraktyf foarlêzen, it wurkjen mei it fertelkastke, de rappegaai-metoade, it boartsjen yn hoeken, it wurkjen yn groepen, it wurkjen mei de alfabet-muorre en it nijsprikboerd.
Yn de ynteraksje is der genôch taaloanbod mei mooglikheden fan transfer; boppedat leare de bern taal op in natuerlike wize (taalwinnen).
De ynteraktive wurkfoarmen wurde útwurke:
Yn haadstik 7.6. o/m 7.12 foar groep 1 en 2.
Yn haadstik 8.15 o/m 8.19 foar groep 3 en 4.
Yn haadstik 9.16 foar groep 5 en 8 (ferskillende wurkfoarmen, beskreaun yn haadstik 8, jilde ek foar groep
5 o/m 8).

Taal en wrâldoriïntaasje
As bern de wrâld ferkenne, brûke se taal. Sy prate oer wat se sjogge en hearre, lêze ynformaasje en skriuwe in ferslach. Der is dus winst nei twa kanten: taal helpt om de wrâld te ferkennen en troch it brûken fan taal by dy ferkenning leare de bern de taal better.
Wrâldoriïntaasje kin yn prinsipe plak fine yn de talen dy’t de bern (yn in bepaalde regio) behearskje: Nederlânsk, Frysk, Ingelsk, Biltsk, Stellingwerfsk, Hylpersk, ensfh.
It brûken fan mear talen by wrâldoriïntaasje jout mooglikheden foar transfer; boppedat leare de bern de talen yn in natuerlike situaasje (taalwinnen).
De realisaasje tusken taal en wrâldoriïntaasje wurdt útwurke:
Yn haadstik 8.13 foar groep 3 en 4.

Yn haadstik 9.14 foar groep 5 o/m 8.

Taal en ekspresje
Bern dogge yndrukken op en kinne dy yndrukken û.o. uterje yn taal: sy fertelle wat se belibbe ha, fiere in toanielstikje op, skriuwe in ferslach en meitsje in gedicht. Sa binne taal en ekspresje mei elkoar ferbûn: de ekspresje makket gebrûk fan taal en troch de ekspresje wurdt de taal better leard.
De bern kinne har uterje yn de talen dy't op skoalle brûkt wurde (as fiertaal). Wurde by ekspresje mear talen brûkt, dan jout soks mear mooglikheden foar transfer en leare de bern de talen op in natuerlike wize (taalwinnen).
De relaasje tusken taal en ekspresje wurdt útwurke:
Yn haadstik 8.14. foar groep 3 en 4.
Yn haadstik 9.15. foar groep 5 o/m 8.

Skoalleradio en -televyzje
Der binne Fryske skoalleradio en -televyzjeprogramma's en ek skoalletelevyzjeprogramma's yn it Nederlânsk. It doel fan de radioprogramma's is dat bern ynformaasje krije troch te harkjen. It doel fan de televyzjeprogramma's is dat de bern troch byld en lûd ynformaasje opdogge. Taal spilet dus by beide media in belangrike rol. Der wurdt, benammen by de skoalleradioprogramma's, in berop dien op 'e harkfeardigens fan de bern.
Sjoch fierder:
Haadstik 7.13. foar groep 1 en 2.
Haadstik 9.17. foar groep 5 o/m 8.

Taal en kompjûter
De kompjûter kin troch de bern û.o. brûkt wurde foar it útwreidzjen fan kennis en feardichheden, om te kommunisearjen en foar it skriuwen fan teksten. By al dy trije funksjes wurdt taal brûkt. De kompjûter is dus in middel om bewust of ûnbewust taal te learen. Yn it lêste gefal is der sprake fan in natuerlike situaasje (taalwinnen).
Sjoch fierder:
Haadstik 9.18. foar groep 5 o/m 8.

2.7 Haadstik 7: Taal foar groep 1 en 2

2.7.1 De nijsgjirrige wetterwrâld

Janny hie in fisk fongen. Dat fertelde se yn it rûntepetear. Mei pake hie se te fiskjen west by de mar. Ynienen wie har koark ûndergien. En doe't se ophelle, siet der in fisk oan. Juf Lia frege wa't ek wol ris fiske hie. Sawat alle bern stutsen de finger op. Ron sei dat er in hiele, grouwe snoek fongen hie. En Sjoerd fertelde fan in âlde skoech oan de hoek.

Oan de ein fan it rûntepetear stelde juf Lia foar om yn it lokaal twa hoeken te meitsjen. De iene hoeke soe in boppe-wetter hoeke wurde; de oare in ûnder-wetter hoeke. De bern mochten allerhanne dingen meinimme dy't mei it wetter te krijen hiene. Sa ûntstiene stadichoan twa ferskillende wrâlden. Yn de boppe-wetter hoeke kaam wetter fan sulverfoly. Oan de kant groeide reid en in fisker siet op in krukje mei in angel yn de hân. Fierder leine der noch in pear angels, dêr't de bern sels mei fiskje koene. Op it wetter foeren (boartersguod)boaten en dreauwen lokeinen.

De boaiem fan de ûnder-wetter hoeke wie in swart kleed, dat oer in pear lytsere en gruttere doazen hong. Sa waard it ferskil yn djipte oanjûn. Der wie ek in fisknet, bygelyks in fûke, spand. Op 'e boaiem leine de dingen dy't yn de rin fan de tiid yn it wetter fallen, goaid of waaid wiene: in tsjil, âlde skuon, flessen, buskes, in sinnebril, in hoed, ensfh.
Yn beide hoeken wie romte útsparre dêr't de bern boartsje koene: boppe wetter fiskje mei in angel en fiskjes fange dêr't magneetsjes oan sieten; ûnder wetter dûke.

Ut it rûntepetear wei komme de aktiviteiten fuort. Bern nimme dingen fan hûs mei: Sjoerd in âld fyts mei in krom tsjil; Annet in stikkene sinnebril en Wouter in fûke fan syn pake; fierder wurde allerhanne angels en (boartersguod)boaten mei nei skoalle nommen. Yn skoalle meitsje de bern fisken fan karton en wetterfûgels fan klaai, dy't tusken de reiden op it nêst sitte.

De dingen yn de beide wetterwrâlden wurde beneamd. Der komme ek kaartsjes mei de wurden by. Alle kearen as in bern wat fan hûs meinimt, wurdt oerlein wêr't it lizze, stean of hingje moat. Juf Lia stimulearret hieltyd wer it brûken fan de taal.

Behalve dingen nimme de bern ek boeken oer it ûnderwerp mei fan hûs. Juf Lia siket boeken op út 'e (skoal)biblioteek. Se fertelt ferhalen (mei it fertelkastke), besjocht mei de bern platen en printeboeken en lêst foar. De bern sels besjogge printeboeken, sneupe yn ynformative boeken en 'lêze' ferhalen oer fisken.

De ferhalen wurde net allinnich ferteld, mar ek útbylde. Yn de poppekast kriget in fisker in grouwe snoek oan de hoek, dy't him yn it wetter lûkt. In oare kear spylje twa bern foar in snoek en in ein, dy't opskeppe oer wat se allegear wol net kinne. Yn de rûnte lêst juf Lia in

ferhaal foar oer in jonge dy't mei in angel en in famke dat mei in skepnetsje fisket: de bern sizze en dogge de bewegings fan juf nei.

De bern leare rymkes en sjonge ferskes oer wetter en fiskje. Op in tafel lizze (taal)spultsjes oer it tema.

De yndrukken dy't de bern opdogge oer it ûnderwerp, uterje se yn har spul, tekeningen en it stimpeljen en 'skriuwen'. Juf Lia hat de materialen dy't dêrfoar nedich binne, klear lein yn in hoeke, tichtby de wetterwrâlden.

2.7.2 Begjinsituaasjes

2.7.2.1 Ynlieding

De taalachtergrûn fan bern wurdt troch de âlden bepaald. Groeit it bern op yn in Frysktalige húshâlding, dan is de memmetaal Frysk. Is de thústaal Stellingwerfsk, dan is dat de earste taal fan it bern. Praat heit thús Frysk en mem Nederlânsk, dan groeit it bern twatalich op.

De measte skoallen yn Fryslân hawwe te krijen mei bern dy't ferskille yn taalachtergrûn. It plak dêr't de skoalle stiet, is fan ynfloed op it oerwicht fan in bepaalde taal en op 'e taalfariaasje. Yn in doarp as Eastermar bygelyks sille de measte bern fan hûs út Frysk prate. Mar yn Ljouwert is yn de measte húshâldings Nederlânsk de omgongstaal. Yn bepaalde wiken fan Ljouwert wenje in protte bern mei in allochtoane taal. Op 'e skoalle dy't yn sa'n wyk stiet, sitte bern mei in ferskillende taalachtergrûn.

2.7.2.2 Fjouwer taalsituaasjes

Elke skoalle hat dus har eigen taalsituaasje. Datselde jildt ek foar de groepen yn in bepaalde skoalle. Yn de iene groep sitte bygelyks mear Frysktalige bern as yn de oare groep. Der binne op in skoalle groepen mei allochtoane bern, wylst yn oare groepen gjin allochtoane bern sitte.
Wy diele de skoallen, wat taalsituaasjes oanbelanget, rûchwei yn yn fjouwer kategoryen:
1. Skoallen mei meast Frysktalige bern.
2. Skoallen mei sawat likefolle Frysktalige as Nederlânsktalige bern, dus mei in mingdtalige befolking.
3. Skoallen mei meast Nederlânsktalige bern.
4. Skoallen mei nei ferhâlding in protte allochtoane bern.

Dizze yndieling jildt ek foar de groepen yn in bepaalde skoalle. Meastal is it sa dat de taalsituaasje yn de ferskillende groepen oerienkomt mei de taalsituaasje fan de skoalle as gehiel. As in Ljouwerter skoalle yn rubryk 4 falt, sitte yn alle groepen fan dy skoalle nei alle gedachten allochtoane bern.

2.7.2.3 Fjouwer learkrêften

Learkrêft 1 (F)
Ik wurkje oan in doarpsskoalle. It tema 'De nijsgjirrige wetterwrâld' hat yn myn groep 1/2 oan de oarder west. Om't fierwei de measte bern út in Frysktalige húshâlding komme, wie de fiertaal foar it grutste part Frysk.
Der sitte trije bern yn de groep dy't thús Nederlânsk prate. Ik hein dy bern, as se foar it earst op skoalle komme, op yn de thústaal. As ik Nederlânsktalich materiaal brûk, is de fiertaal Nederlânsk. Ik noegje de bern dan út om yn dy taal te praten.
Om't de bern in grut part fan de tiid yn in Frysktalige kontekst ferkeare, sawol op it plein as yn de groep, skeakelje de measte Nederlânsktalige bern by ús op skoalle oer yn it Frysk.

Learkrêft 2 (FN)
Ik wurkje op in skoalle yn in grut doarp. Yn ús doarp festigje har nei ferhâlding in protte minsken fan bûten de provinsje. Myn groep 2 is mingdtalich: der binne likernôch likefolle Frysktalige as Nederlânsktalige bern.
Doe't wy wurken mei it tema 'De wondere waterwereld' wie de fiertaal foar it grutste part Nederlânsk. Yn de petearen brûkten Fryske bern har eigen taal. By Fryske boeken oer it wetter waard ek Frysk brûkt.
Bern dy't foar it earst yn myn groep komme, hein ik op yn har eigen taal. As it Frysk oan de oarder komt, praat ik safolle mooglik yn dy taal. Foar Nederlânsktalige bern dy't noch net sa lang op skoalle binne, moat ik wol ris wat oersette.

Learkrêft 3 (N)
Ik werk op een stadsschool. De meeste kinderen in mijn groep 1 spreken thuis Nederlands, daarom is het vanzelfsprekend dat de voertaal bij het thema 'De wondere waterwereld' ook Nederlands was.
Er zijn enkele kinderen die uit een Friestalig gezin komen. Bovendien spreekt één kind thuis stadsfries. Soms komt het voor dat deze kinderen, als ze voor het eerst op school zijn, hun moedertaal gebruiken. Dit moet kunnen, hoewel ik zelf de taal van deze kinderen niet spreek. De meeste kinderen schakelen echter zonder problemen over op het Nederlands. Dit is zowel op het plein als in de groep het geval.

Learkrêft 4 (NA)
Ik wurkje op in stedsskoalle. Yn myn groep 1 sitte bern mei in ferskillende taalachtergrûn. Mear as de helte komt út Nederlânsktalige húshâldings. Der binne mar in pear bern dy't thús Frysk of stedsfrysk prate. Fierder sitte yn de groep Turkske, Somalyske, Iraakske en Vietnameeske bern.
De fiertaal by it tema 'De nijsgjirrige wetterwrâld' wie, lykas yn alle oare situaasjes, folslein Nederlânsk. Alle bern moatte dy taal nammentlik sa gau mooglik leare. It is wol sa dat ik de Fryske bern ophein yn har eigen taal. It is fanwege de allochtoane bern net maklik om Fryske les te jaan. Sa no en dan sjonge wy in Frysk ferske, mar dêr hâldt it dan mei op.

2.7.2.4 Fjouwer útgongspunten

De learkrêften dy't hjirboppe oan it wurd binne, hawwe te krijen mei ferskillende taalsituaasjes. Se jouwe sels al oan dat soks gefolgen hat foar de taal yn de groep. Der binne fjouwer útgongspunten dy't foar har allegearre jilde. Dêr sille se by de taallessen en it kiezen fan de fiertalen rekken mei hâlde moatte.

Utgongspunt 1
Ut ûndersyk hat bliken dien dat jonge bern maklik twa of trije talen oanleare kinne. As bygelyks it Frysk en it Nederlânsk yn húshâlding en/of skoalle nêst elkoar en skieden brûkt wurde, wurdt it bern op in natuerlike wize twatalich. Dat neame wy it prinsipe fan de simultane twataligens (sjoch haadstik 2.4.). De konklúzje is dat, as yn de ûnderbou fan de basisskoalle genôch oanbod fan bygelyks it Frysk en it Nederlânsk is, de bern beide talen oanleare.

Utgongspunt 2
Om't fierwei de measte skoallen yn Fryslân te krijen ha mei bern út ferskillende taalsituaasjes, is it net mear as logysk dat de learkrêften oanslute by dy begjinsituaasje. Soks jildt sawol foar bern mei Frysk, Nederlânsk of in streektaal as memmetaal (pedagogysk-didaktysk motyf).
Fryslân is in twatalige provinsje. Yn de Fryske maatskippij binne it Frysk en it Nederlânsk lykweardich. Beide talen binne dus út maatskiplik eachpunt fan belang (maatskiplik motyf). Boppedat ljochtsje yn de taal ek kultueraspekten op. Mei oare wurden: taal en kultuer binne mei elkoar ferbûn. Dêrom binne beide talen ek út kultureel eachpunt fan belang (kultureel

motyf).
De konklúzje is dat, as de skoalle oan har maatskiplike en kulturele opdracht foldwaan wol, it Frysk en Nederlânsk beide yn it ûnderwiis in plak krije moatte. Dat begjint al yn it pjutteboartersplak en wurdt fuortset yn groep 1 fan de basisskoalle.
(Sjoch foar de motiven foar it Frysk ek haadstik 4.4.1.).

Utgongspunt 3
Yn artikel 9 fan de Wet op it Basisûnderwiis stiet dat Frysk in ferplicht fak is en dat it Frysk by oare fakken brûkt wurde mei. De konklúzje is dat de skoallen yn Fryslân teminsten it Frysk as fak jaan moatte.

Utgongspunt 4
Der binne, lykas foar alle oare fakken yn it basisûnderwiis, ek foar it Frysk kearndoelen (sjoch haadstik 4.3.4.). De konklúzje is dat de skoalle dy kearndoelen op de iene of oare manier yn har oanbod opnimme moat. De manier dêr't soks op bart, hinget ôf fan de taalsituaasje fan de skoalle.

2.7.2.5 Fjouwer learkrêften en de útgongspunten

De situaasje fan learkrêft 1
Learkrêft 1 makket optimaal gebrûk fan de mooglikheden fan de wet: it Frysk kriget rom omtinken (útgongspunt 3). It Fryske oanbod yn dizze groep sil dan ek foldwaan oan de kearndoelen (útgongspunt 4). It docht tagelyk rjocht oan it prinsipe fan de lykweardigens fan beide talen (útgongspunt 2). De bern yn de groep fan learkrêft 1 sille troch it (skieden) oanbod fan de talen sûnder problemen twatalich wurde (útgongspunt 1).

De situaasje fan learkrêft 2
Learkrêft 2 hat te krijen mei in mingdtalige situaasje. Hoewol't sysels twatalich is, brûkt se it Frysk allinnich by guon taalaktiviteiten. Om't it foarkomt dat bern it Frysk noch net ferstean kinne, skeakelet se faak oer op it Nederlânsk.
Allinnich by guon taalaktiviteiten (útgongspunt 3) en yn de omgong mei Frysktalige bern, komt it Frysk oan de oarder. It útgongspunt fan de lykweardigens (2) wurdt dus net yn praktyk brocht. It is de fraach oft it oanbod foldocht oan it útgongspunt fan de kearndoelen (4). Allinnich fan hûs út Frysktalige bern wurde yn sa'n situaasje twatalich (útgongspunt 1).

De situaasje fan learkrêft 3
Learkrêft 3 ferkeart yn in iensidich Nederlânsktalige situaasje: sysels en fierwei de measte bern binne fan hûs út Nederlânsktalich. Dy situaasje is de oanlieding dat it Frysk yn de groep amper oan de oarder komt (útgongspunt 3). Mar sels dan noch is de fiertaal Nederlânsk, om't sysels net Frysk praat. De útgongspunten fan twataligens (1), lykweardigens (2) en kearndoelen (4) wurde troch learkrêft 3 net realisearre. Allinnich de fan hûs út Frysktalige bern wurde twatalich.

De situaasje fan learkrêft 4
Learkrêft 4 ferkeart yn in meartalige situaasje, om't se allochtoane bern yn de groep hat. It Frysk komt allinnich oan de oarder as omgongstaal en as der sa no en dan in Frysk ferske songen wurdt (útgongspunt 3). De útgongspunten fan twataligens (1), lykweardigens (2) en kearndoelen (4) wurde net realisearre. Allinnich de Frysktalige bern wurde twatalich.

2.7.3 Doelen

2.7.3.1 Ynlieding

It is mei it ûnderwiis krekt as mei in reis. As men op reis giet, hat men in doel foar eagen: bygelyks de Feluwe of Spanje. De reizger wit sa rûchwei ek wat er yn dat gebiet of lân

ferwachtsje kin: op de Feluwe in protte bosk en yn Spanje in waarm klimaat. Mar hoe't it lân der krekt hinne leit? Dat kin er gewaar wurde yn bygelyks in reisgids of op ynternet.
De learkrêft giet mei de bern op reis. Belanget it it taalûnderwiis oan, dan giet it úteinlik ta op 'e fjouwer taaldomeinen oan de ein fan de basisskoalle. Dêr hat elke learkrêft wol in bepaald byld fan: de bern kinne de taal/talen ferstean, prate, lêze en skriuwe. De domeinen wurde omskreaun yn de kearndoelen. Dy doelen binne de reisgids foar it taalûnderwiis.

De learkrêft fan groep 1 en 2 giet mar foar ien trajekt mei de bern op reis, meastal foar twa jier. De úteinlike bestimming leit noch fier fuort. Dêrom is it handich dat der dúdlike tuskenbestimmingen binne. Mei oare wurden: wêr wolle wy nei twa of trije jier mei de ferskillende ûnderdielen fan it taalûnderwiis útkomme?

2.7.3.2 Tuskendoelen

It 'Expertisecentrum Nederlands' hat yn 1999 het boek 'Tussendoelen beginnende geletterdheid' ferskine litten. Dat is de reisgids mei de tuskenbestimmingen yn de trije begjinjierren fan it basisûnderwiis. It ekspertisesintrum kiest foar trije jier, om't de measte bern oan de ein fan groep 3 de basisfeardichheden fan it lêzen en skriuwen behearskje.

It bern ûntwikkelet him op taalgebiet. It folget in bepaalde rûte, it iene bern flugger as it oare. Op dy rûte lizze de tuskendoelen as mylpeallen by de wei lâns. Dy mylpeallen jouwe de belangrykste mominten yn de ûntwikkeling fan it bern oan. Se binne net samar oan de kant fan de wei set. Bepaalde mylpeallen komme earst, om't se in betingst binne foar oare. Earst moat it bern bygelyks witte dat wurden út lûden opboud binne foar't se lûden mei letters ferbine kinne.

Foar de folgjende ûnderdielen binne tuskendoelen fêststeld:

- Boekoriïntaasje	de bern kinne mei boeken omgean.
- Ferhaalbegryp	de bern kinne in ferhaal begripe.
- Funksjes fan skreaune taal	de bern witte wat skreaune taal ynhâldt.
- Relaasje tusken sprutsen en skreaune taal	de bern witte it ferbân tusken sprutsen en skreaune taal
- Taalbewustwêzen	de bern kinne taal yn dielen opsplitse.
- Funksjoneel 'skriuwen' en 'lêzen'	de bern 'skriuwe' en 'lêze' yn de beukerbou.
- Alfabetysk prinsipe	de bern kinne lûden mei letters ferbine.
- Technysk lêzen en skriuwen, begjin	de bern lêze en skriuwe yn groep 3: begjinnend lêzen en skriuwen.
- Technysk lêzen en skriuwen, ferfolch	de bern behearskje it lêzen en skriuwen.
- Begripend lêzen en skriuwen	de bern begripe wat se lêze en skriuwe.

Foar de groepen 1 en 2 jilde yn prinsipe de tuskendoelen fan boekoriïntaasje, ferhaalbegryp, funksjes fan skreaune taal, relaasje tusken sprutsen en skreaune taal, taalbewustwêzen en funksjoneel 'lêzen' en 'skriuwen'.

2.7.3.3 Twa rûtes

Wa't op reis giet, kin de haadrûte/earste rûte, in twadde rûte of in kombinaasje fan beide kieze. Wa't as bern yn Fryslân op 'taalreis' giet, sil net ûntkomme oan in kombinaasje. Foar de fan hûs út Frysktalige bern is de earste rûte it Frysk en de twadde it Nederlânsk. Yn de húshâlding leare se foaral Frysk, troch de media en yn it kontakt mei oaren Nederlânsk. Beide rûtes komme út by it behearskjen fan twa talen yn de fjouwer domeinen: ferstean, prate, lêze en skriuwe.
Foar de measte fan hûs út Nederlânsktalige bern yn Fryslân, is de reis oant no ta oars. Sy folgje foar it grutste part fan de reis de haadrûte fan it Nederlânsk, har memmetaal. De twadde rûte komme se net sa faak op: se leare meastal it Frysk allinnich passyf. De haadrûte komt foar de measte Nederlânsktalige bern út by it behearskjen fan har memmetaal yn de

fjouwer domeinen en de twadde rûte liedt inkeld nei it ferstean en lêzen fan it Frysk. Fansels binne der ek fan hûs út Nederlânsktalige bern dy't folslein twatalich wurde. Sy komme lykas de Frysktalige bern út by it behearskjen fan twa talen yn alle fjouwer domeinen. Foar elk bern ferrint de taalûntwikkeling oars. Dat is ôfhinklik fan eigen taalkapasiteiten en ynfloeden fan bûten. Om it byld fan de reis oan te hâlden: alle bern geane dus mei it eigen ferfiermiddel nei de bestimming, it doel.
De skoalle spilet yn de taalûntwikkeling fan de bern ek in grutte rol. Wy kinne de skoalle/in groep ferlykje mei in bus, dy't de bern ûnder skoaltiid mei op reis nimt. Oanslutend by de fjouwer taalsituaasjes (paragraaf 7.2.) kinne wy fjouwer bussen ûnderskiede:

1. De Fryske bus
De Fryske bus rydt mei meast Frysktalige bern (sjoch taalsituaasje 1 en learkrêft 1 yn paragraaf 7.2.). De bus rydt foar it grutste part de Fryske rûte, om't de fiertaal meast Frysk is. Mar de bus rydt bytiden ek oer de Nederlânske wei, nammentlik yn dy gefallen as Nederlânsktalich materiaal brûkt wurdt.
De bus hat as bestimming de tuskendoelen foar de groep 1 en 2, sawol foar it Frysk as foar it Nederlânsk.

2. De Frysk-Nederlânske bus
De Frysk-Nederlânske bus rydt mei likernôch likefolle Frysktalige as Nederlânsktalige bern (sjoch taalsituaasje 2 en learkrêft 2 yn paragraaf 7.2.). De bus rydt foar it grutste part de Nederlânske rûte, om't de fiertaal Nederlânsk is. Mar de bus rydt soms ek oer de Fryske wei, nammentlik yn dy gefallen as it Frysk oan de oarder komt.
De bus sil yn taalsituaasje 2 as bestimming ha de tuskendoelen Nederlânsk foar groep 1 en 2. Foar it Frysk binne foarearst de tuskendoelen 'Boekoriïntaasje', 'Ferhaalbegryp' en 'Taalbewustwêzen' te berikken. Yn in lettere faze, as it Frysk as fiertaal en skreaune taal mear oan de oarder komt, sille ek foar it Frysk alle tuskendoelen foar groep 1 en 2 te heljen wêze.

3. De Nederlânske bus
De Nederlânske bus rydt mei meast Nederlânsktalige bern (sjoch taalsituaasje 3 en learkrêft 3 yn paragraaf 7.2.). De bus rydt de Nederlânske rûte, om't de fiertaal folslein Nederlânsk is. De Fryske wei is ôfsletten, om't it Frysk net oan de oarder komt.
De bus sil yn taalsituaasje 3 as bestimming ha de tuskendoelen Nederlânsk foar groep 1 en 2. Foar it Frysk soe in mearjierreplan komme moatte mei as útgongspunt dat it Frysk yn de rin fan de tiid mear en mear oan de oarder komt, ek as fiertaal. Yn dat plan wurde de tuskendoelen foar it Frysk as bestimming keazen, bygelyks:

Jier 1	Boekoriïntaasje en ferhaalbegryp.
Jier 2	Boekoriïntaasje, ferhaalbegryp en taalbewustwêzen.
Jier 3	Boekoriïntaasje, ferhaalbegryp, taalbewustwêzen, funksjes fan skreane taal, relaasje tusken sprutsen en skreaune taal.

De fan hûs út Frysktalige bern yn de groep kinne, wat it Frysk oanbelanget, mear oan. Foar harren soe der in oanfoljend programma komme moatte. Om yn de byldspraak fan bus en rûte te bliuwen: der soe op bepaalde tiden in lytse Fryske bus op 'e Fryske rûte ride moatte. It prinsipe fan de differinsjaasje komt dan goed ta syn rjocht.

4. De Nederlânske A-bus
De Nederlânske A-bus rydt mei bern dy't in ferskillende taalachtergrûn ha. De measten binne Nederlânsktalich en fierder binne der nochal wat allochtoane bern (sjoch taalsituaasje 4 en learkrêft 4 yn paragraaf 7.2.). De bus rydt de Nederlânske rûte, om't dy sa gau mooglik by alle bern bekend wurde moat. Soms is der in Frysk sydpaadsje.
De bus sil yn taalsituaasje 4 as bestimming ha de tuskendoelen Nederlânsk foar groep 1 en 2. Foar it Frysk soe in mearjierreplan komme moatte mei as útgongspunt dat it Frysk yn de rin fan de tiid mear en mear oan de oarder komt, ek as fiertaal. Yn dat plan wurde de tuskendoelen foar it Frysk as bestimming keazen, bygelyks:

Jier 1	Boekoriïntaasje en ferhaalbegryp.
Jier 2	Boekoriïntaasje, ferhaalbegryp en taalbewustwêzen.
Jier 3	Boekoriïntaasje, ferhaalbegryp, taalbewustwêzen, funksjes fan skreaune taal, relaasje tusken sprutsen en skreaune taal.

Lykas yn situaasje 3 soene fan hûs út Frysktalige bern in oanfoljend programma krije moatte.

2.7.4 It kommende letterjen (ontluikende geletterdheid)

2.7.4.1 Ynlieding

It kommende letterjen hat te krijen mei it tariedend lêzen en skriuwen. It is it ûntdekken fan de funksje fan printe of skreaune teksten. Yn groep 1 en 2 giet dat proses, dat thús en op it pjutteboartersplak al útein setten is, fierder. It is wichtich om yn de beukerleeftyd bewust oan de tarieding fan dy basisfeardichheden te wurkjen, want it bern wurdt sa motivearre om lêzen en skriuwen te learen. De oergong nei it technyske lêzen en skriuwen giet flotter, as der oan it kommende letterjen al omtinken jûn is.

2.7.4.2 Doelen

It ‘Expertisecentrum Nederlands’ hat in tal doelen formulearre, dy’t mei it kommende letterjen te krijen ha. De doelen dy’t foar it Nederlânsk omskreaun binne, jilde likegoed foar it Frysk. As wy it bygelyks oer boekoriïntaasje ha, dan sil yn in twatalige situaasje de iene kear oefene wurde mei in Nederlânsk en de oare kear mei in Frysk boek.
By it kommende letterjen giet it û.o. om de folgjende saken:

1. Boekoriïntaasje
Bern:
- begripe dat yllustraasjes en tekst in ferhaal fertelle;
- witte dat in boek fan foar nei achteren, side foar side en fan links nei rjochts lêzen wurdt;
- kinne troch it omslach te besjen al foarsizze wêr’t it oer gean sil.

2. Ferhaalbegryp
Bern:
- begripe de taal fan de foarlêsboeken en kinne der konklúzjes út lûke; se kinne ek healwei it ferhaal foarsizzings dwaan oer de ôfrin;
- kinne in foarlêzen ferhaal neispylje of neifertelle.

3. Funksjes fan skreaune taal
Bern:
- witte dat skreaune teksten (briefkes, boeken en tydskriften) in kommunikatyf doel ha;
- witte dat symboalen (logo's en piktogrammen) in betsjutting ha;
- leare dat men mei skriftlike taal kommunisearje kin;
- witte it ûnderskied tusken lêze en skriuwe.

4. Relaasje tusken sprutsen en skreaune taal
Bern:
- witte dat sprutsen taal fêstlein wurde kin (op papier, fideo);
- witte datst it printe/skreaune wurd lêze kinst.

5. Taalbewustwêzen
Bern:
- kinne wurden en sinnen ûnderskiede;
- kinne ûnderskied meitsje tusken foarm en betsjutting;
- kinne wurdlidden yn wurden ûnderskiede;

- kinne boartsje mei klanken (ein- en begjinrym);
- kinne wurden yn klanken ferdiele (j-a-s).

Sjoch foar in folslein oersicht fan de doelen de taheakke.

2.7.4.3 Ryk taaloanbod yn in meartalige situaasje

As in bern nei de basisskoalle giet, kriget it in nije taalympuls. De wrâld wurdt letterlik en figuerlik grutter. De wurdskat wreidet him út, it bern leart better te ferwurdzjen wat him dwaande hâldt.
De taalûntwikkeling kriget op skoalle in formeler karakter. Der wurdt mear metodyk oanbrocht by it stypjen en stjoeren fan de taalwinning as thús it gefal is. Yn dat ramt komt ek it tariedend lêzen en skriuwen oan de oarder.
Yn de lês- en skriuwhoeke dogge de bern allegear nije ûnderfinings op. Dêrnjonken krije se beukergymnastyk, dogge spultsjes dêr't regels by hantearre wurde, boartsje mei oare bern en allerhanne materiaal, leare rymkes en ferskes, dogge auditive en fisuele spultsjes. Der wurdt ferteld, foarlêzen en poppekast spile, de bern dramatisearje, se sjogge taal oan de muorre en 'lêze' eigenmakke boekjes en teksten yn de lêshoeke, boartsje mei rymwurden, reagearje op in printeboek en prate mei elkoar. Mei oare wurden: troch in rike taalomjouwing wurdt taal útlokke en stipe.
De bern wurde har stadichoan mear bewust fan de taal dy't se prate (benammen yn meartalige situaasjes) en witte dat taal fêstlein wurde kin yn skrift. De tekst kinne se wer op 'e nij lêze en sa ûntdekke se dat men mei skreaune taal kommunisearje kin oer tiid en ôfstân hinne.
Boartsjendewei leare bern ek guon letters, bygelyks de earste letter fan de eigen namme en dy fan oaren. Se krije begripen oanrikt lykas klank/lûd, letter, wurd, sin en ferhaal. Boppedat leare se stadichoan it eigen taalgedrach te plannen, út te fieren en te hifkjen.

In rike taalomjouwing yn in meartalige situaasje en in protte omtinken foar it kommende letterjen soargje foar in stevige taalbasis. De oergong nei it technyske lêzen en skriuwen is dan noch mar in lyts stapke.
Omtinken foar it kommende letterjen is benammen goed foar bern dy't fan hûs út net safolle taalbagaazje meikrije en faaks minder taalyntelligint binne. Krekt dy bern hawwe profyt fan in frekwinte en brede taalstimulearring.
Yn in twatalige situaasje leit it foar de hân dat bern de talen ek ferlykje. By Fryske rymplaatsjes kin frege wurde nei de Nederlânske wurden. It bern antwurdet dan bygelyks by *hûs – mûs*: *huis – muis* en seit spontaan dat it ek rymt! By *do* en *ko* is dat oars, want dat wurdt *duif* en *koe*.

Om it kommende letterjen yn in twa- of meartalige situaasje te stypjen, hawwe de lês- en skriuwhoeke in wichtige funksje.

2.7.4.4 De lêshoeke

Ynrjochting
- In ferskaat oan printe- en lêsboeken, Fryske, Nederlânske en Ingelske boeken. Mei help fan piktogrammen de taal fan de boeken oanjaan (bygelyks Nederlânsk flachje, Frysk pompebledsje, Ingelsk flachje).
  Tink ek oan boeken mei ferrassings (stipboekjes); fielboeken en selsmakke boeken hearre dêr ek by. It wikseljen fan boeken moat geregeld plakfine om it oanbod oantreklik te hâlden.
- Posters mei rymwurk en ôfbyldings fan berneboeken.
- Tekeningen mei teksten fan bern oan de muorre of yn in lêsmap.
- In tal taalspultsjes sa as it op folchoarder lizzen fan plaatsjes dy't in ferhaal fertelle.

Aktiviteiten

- De bern fertelle yn twatallen oer har tekeningen. Fan dat twatal is ien Frysktalich en it oare Nederlânsktalich. Om bar 'lêze' de bern elkoar foar yn har eigen taal.
- De learkrêft lêst oan lytse groepkes bern foar en lit har reagearje op it ferhaal (ynteraktyf foarlêze).
- De bern dogge yn twatallen spultsjes (ferhaaltsjes op fochoarder lizze, bygelyks mearkes fan Reakapke en Sniewytsje).
- De bern fertelle de ferhaaltsjes oan elkoar.

Benammen selsmakke boekjes binne gaadlik om oan elkoar foar te lêzen. De bern ferwurdzje ommers nochris wat se earder betocht hawwe. It ynteraktive lêzen stipet it ûntdekken fan de funksje fan in printe en/of skreaune tekst. De bern leare hoe't boeken yn elkoar stekke, dat boeken fan foar nei achteren lêzen wurde, by de bledsiden fan links nei rjochts en fan boppen nei ûnderen. Se leare ek dat in tekst út sinnen bestiet en dy sinnen wer út wurden en in wurd út letters. Boppedat leare se boeken te wurdearjen en wurde se motivearre om sels ek it lêzen te learen.

2.7.4.5 De skriuwhoeke

Ynrjochting

- In stimpeldoaze of in âlde kompjûter.
- Papier/karton yn ferskate kleuren en maten, briefpapier en sluven, ansichtkaarten en skriuwark.
- In poster mei de letters fan it abee.
- Etikettearstrookjes mei wurden yn twa of mear talen (bygelyks yn de winter, as der oer it waar wurke is, in plaatsje fan in sniepoppe mei dêrûnder sniepoppe/sneeuwpop).
- Auditive en fisuele wurkblêden, rymplaatsjes, in leech boek.

Aktiviteiten

- De bern meitsje 'sabeare' teksten (bygelyks in menukaart by in projekt oer iten of in buordsje *Ferbean om te fiskjen* by it projekt fan de ûnderwetterwrâld of se 'skriuwe' brieven nei pake en beppe).
- De bern lêze de teksten oan elkoar foar yn twatallen of in bern lêst syn tekst foar oan juf.
- Se meitsje yn twatallen auditive en fisuele wurkblêden en ferlykje dy mei elkoar.
- Se boartsje yn twatallen mei rymplaatsjes en betinke oare rymwurden.
- Se meitsje mei elkoar in kollaazje oer in ûnderwerp (bygelyks de ûnderwetterwrâld, de post).
- De bern betinke yndividueel in ferhaal en tekenje dat, al of net yn it lege boek.

Oanfoljende suggestjes

- In buordsje meitsje om it fiskjen te ferbieden kin ek mei symboalen barre, bygelyks in read rûntsje om in fisk.
- By in ferhaal dat in bern tekene hat, kin de juf in tekst skriuwe dy't it bern betocht hat.
- De skriuwaktiviteiten fan de bern moatte funksjoneel makke wurde. Dus in 'brief' ek fuortstjoere, in kollaazje ophingje yn skoalle.
- Wat de kar fan de taal oanbelanget, soe der lykwicht wêze moatte; om dat te stjoeren skriuwe de bern in brief yn it Frysk of it Nederlânsk.

Wichtich is dat de bern nocht en wille belibje oan skriftlike kommunikaasje. Dat motivearret har om sels it skriuwen te learen.

2.7.5 Sichtberens fan de taal

Bûten skoalle komme bern in protte mei taal yn oanrekking. De iene kear is dat de M fan Mac Donald, de oare kear de P fan parkearen of in reklameboadskip op strjitte. Skreaune taal sjogge wy oeral om ús hinne. Sa kinne wy de taal ek yn de beukerbou op in funksjonele manier sichtber meitsje.

It doel is om bern yn oanrekking te bringen mei taal oan de muorre yn it ramt fan begjinnend letterjen.

De sichtberens fan de taal/talen is in part fan it rike taalmiljeu. Yn de beukergroepen sil de learkrêft foar it grutste part de taal sichtber meitsje, om't de bern sels noch net skriuwe kinne. Op in twa- of meartalige skoalle sille mear talen sichtber wêze. Dat kin troch û.o.:
- in waarklok;
- piktogrammen foar aktiviteiten op it planboerd;
- twatalige etikettearkaartsjes, bygelyks rút - ruit, muorre - muur;
- fiterdiploma's dy't bygelyks op etalaazjekarton oan de muorre presintearre wurde;
- ôfdrukken fan hannen fan de bern mei har nammen derby;
- nammen fan de bern op stuoltsjes;
- in poster mei in rymke, ferske of boek.

2.7.6 Petearen

2.7.6.1 Ynlieding

In rûntepetear, dêr't Janny yn fertelde dat se mei pake út te fiskjen west hie, wie de oanlieding ta it tema 'De nijsgjirrige wetterwrâld'. Yn sa'n petear bringe de bern har eigen ûnderfinings yn. As dy ûnderfinings te krijen ha mei in bepaald ûnderwerp, sa as by it rûntepetear oer it fiskjen, ûntstiet der kommunikaasje. De learkrêft kin dy kommunikaasje oproppe mei fragen en de bern ek útnoegje om elkoar fragen te stellen.

Ien fan de belangrykste funksjes fan petearen is kommunikaasje. Minsken prate mei elkoar om nijs, gefoelens en mieningen út te wikseljen. Dat is benammen sa yn de deistige omgong. Omgongspetearen hawwe in ynformeel karakter.

Dêrnêst binne der formele petearen, bygelyks yn de wurksituaasje. Dy petearen wurde meastal fierd om in doel te berikken. Bygelyks om de kwaliteit fan it wurk of it produkt te ferbetterjen.

Yn de skoalsituaasje kinne wy itselde ûnderskied meitsje. Bern en learkrêften fiere omgongspetearen om nijs, gefoelens en mieningen út te wikseljen. Dat kin op it skoalplein, yn de gong en it lokaal. Meastal bart it spontaan en brûke de bern dêr harren eigen memmetaal by.
De twadde kategory binne de learpetearen. De learkrêft hat dêrby in dúdliker doel, nammentlik de bern oer it iene of oare ûnderwerp kennis by te bringen. De fiertaal fan de learpetearen stiet fan tefoaren fêst.

Wat de foarm oanbelanget, ûnderskiede wy trije kategoryen: it omgongspetear, it rûntepetear of grutte petear en it groepspetear of lytse petear.
It omgongspetear wurdt ‘geandewei’ fierd. Bygelyks de bern prate mei elkoar op it plein, de learkrêft freget in bern hoe’t it mei him is, in bern fertelt dat it by pake-en-dy útfanhûs west hat.
It rûntepetear is mear formeel. Bern en learkrêft sitte yn de rûnte. Nêst de ûnderfinings fan de bern, kin in ûnderwerp oan de oarder komme dêr’t de learkrêft mei de bern djipper op yngiet. As dat it gefal is, kriget it rûntepetear it karakter fan in learpetear.
By it groepspetear praat de learkrêft mei in lyts ploechje bern oer in bepaald ûnderwerp mei it doel kennis by te bringen. It groepspetear is dus tagelyk learpetear.

2.7.6.2 Doelen

In petear is kommunikaasje mei help fan taal oer in bepaald ûnderwerp. De kearnwurden yn dizze sin binne kommunikaasje, taal en ûnderwerp. Fan dy trije kearnwurden kinne de doelen fan it petear yn de skoalsituaasje ôflaat wurde.
It earste doel is de kommunikaasje tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar.
It twadde doel is it learen fan de taal troch dy kommunikaasje. Om’t der aksje mei de taal is tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar, wurdt de taal (better) leard. Wy sizze ek wol dat de bern taal leare troch ynteraksje.
It tredde doel is kennis opdwaan oer in bepaald ûnderwerp. Troch mei elkoar oer in ûnderwerp te praten, leare de bern dêr in protte oer.

Sawol by it omgongs-, rûnte- as groepspetear binne de doelen fan de kommunikaasje en it taallearen fan tapassing. It kennisdoel kin in rol spylje by it rûntepetear en is by it groepspetear fan wêzentlik belang.

2.7.6.3 Organisaasje

It omgongspetear hoecht net organisearre te wurden, mar ûntstiet spontaan tusken de bern ûnder elkoar. De learkrêft sels praat mei de bern út in hâlding fan belangstelling wei. It bart tusken de bedriuwen troch. It omgongspetear fynt plak yn in fertroude sfear.

It rûntepetear ferrint neffens fêste ôfspraken. De stuoltsjes steane yn de rûnte en de bern geane op it eigen plak sitten. Se wachtsje op ’e beurt en litte elkoar útprate. Ensafuorthinne.

Oan it groepspetear docht mar in lyts ploechje bern mei. De oare bern witte sekuer wat se dwaan moatte, bygelyks yn de hoeken boartsje en wurkje. De organisaasje moat sa wêze dat it groepspetear sûnder ûnderbrekking ferrint. In teken, bygelyks in stopboerd, jout oan dat de bern dy’t net meidogge oan it petear, de learkrêft net steure meie.

2.7.6.4 Petearen en twataligens

Alden en bern sille thús yn de (omgongs)petearen de memmetaal brûke. Frysk yn Fryske en Nederlânsk yn Nederlânske húshâldings. Prate de âlden in ferskillende taal en wurde de bern dêrneffens twatalich grutbrocht, dan praat it bern tsjin de iene âlder Frysk en tsjin de oare Nederlânsk.

Op it skoalplein is ek sprake fan omgongspetearen. De situaasje kin sa wêze dat it bern dêr syn memmetaal brûkt. Yn in Frysktalige kontekst, bygelyks op in doarp, prate de Frysktalige bern Frysk; de Nederlânsktalige bern hanthavenje yn de measte gefallen ek har memmetaal, it Nederlânsk.
Yn in mingdtalige of in stedssituaasje lizze de ferhâldings oars. Frysktalige bern skeakelje dan faak oer op it Nederlânsk. Dat hat te krijen mei de taalmacht fan de earste rykstaal. It gefolch is dat de omgongstaal Nederlânsk is.

Learkrêften kinne troch it bewust brûken fan de omgongstalen it taalklimaat en de taalhâlding fan de bern beynfloedzje. It bêste is dat in skoalteam yn it ramt fan taalbelied dêr ôfspraken oer makket: de learkrêften prate yn de omgongspetearen tsjin Frysktalige bern Frysk en tsjin Nederlânsktalige bern Nederlânsk. Om't de bern oansprutsen wurde yn har memmetaal, fiele se har opnommen yn in fertroude sfear. Boppedat litte de learkrêften yn har taalhâlding blike dat se de beide talen as lykweardich beskôgje. Dy hâlding bringe se troch it brûken fan beide talen as omgongstaal ek op 'e bern oer.

As de learkrêften de ôfspraak makke ha dat se yn de omgongspetearen de memmetaal fan it bern brûke, dan liket it fanselssprekkend om dat ek yn de hiele groep te dwaan. Mar yn dy situaasje moatte wy ûnderskied meitsje tusken omgongstaal en fiertaal.
De learkrêft sprekt yndividuele bern yn in natuerlike situaasje meastal oan yn de memmetaal. Efkes omtinken jaan oan de nije trui. Of in persoanlik praatsje meitsje yn de bouhoeke. Dat is omgongstaal.
Mar foar de mear formele situaasjes - fertelling, ynstruksje, rûntepetear, groepspetear - brûkt de learkrêft ien en deselde taal, de fiertaal. Foar it brûken fan de fiertalen hat it team ek ôfspraken makke. Om û.o. de lykweardigens fan de talen útkomme te litten, soe in lykweardige ferdieling yn de tiid de foarkar ha. Dus de helte fan de tiid is de fiertaal Frysk en de helte Nederlânsk. De skoalle kin dêr sels in skema foar kieze dat it bêste by de eigen situaasje oanslút. In pear mooglikheden:
- De moarns Frysk as fiertaal, de middeis Nederlânsk.
- De iene dei Frysk as fiertaal, de oare dei Nederlânsk (fiertaal per dei).
- Fiertaal per wike.
- By in duobaan: fiertaal per learkrêft.

Mar in oare ferdieling as de helte is ek mooglik, bygeyks 75 prosint Frysk en 25 prosint Nederlânsk of oarsom. De skoalle kiest foar in ferdieling dy't by har (begjin)situaasje past.

Yn groep 1 en 2 docht bliken dat bern yn it rûnte- en groepspetear faak problemen ha om har te uterjen yn in oare taal as de memmetaal. Se brûke it leafst har eigen taal of, as de learkrêft twingt om de oare taal te brûken, swije se. Dat is uteraard net de bedoeling. Want yn petearen giet de kommunikaasje boppe it prinsipe fan de fiertaal. Mei oare wurden: it bern brûkt syn memmetaal en de learkrêft hâldt konsekwint de fiertaal oan.

2.7.6.5 Foarbylden

Omgongspetearen

Rûntepetear

Groepspetear

2.7.7 It fertelkastke

2.7.7.1 Ynlieding

By it fertelkastke fertelt de learkrêft it ferhaal mei ûndersteuning fan in tal platen. Dat kinne selsmakke ôfbyldings wêze of platen fan in printeboek. Dy platen wurde ien foar ien yn it fertelkastke skood. De liedster fertelt net allinnich oer de platen, mar stelt de bern ek fragen. De bern wurde sa útnoege om har sechje te sizzen, der fynt ynteraksje plak.

2.7.7.2 Doelen

It doel fan it fertellen mei it fertelkastke is dat net allinnich de wurdskat fan de bern útwreide wurdt, mar dat se ek de gelegenheid krije te reagearjen. Sawol it passive as it aktive taalgebrûk wurdt stipe.

2.7.7.3 Organisaasje

It fertelkastke kin ôfwikseljend brûkt wurde by it fertelllen of it rûntepetear. De bern sitte yn in groepke foar it fertelkastke, de learkrêft stiet dernêst en wiist nei ôfbyldings en lit de bern dêr ek op reagearje.

2.7.7.4 Fertelkastke en twataligens

De ferhalen foar it fertelkastke kinne ôfwikseljend ferteld wurde yn it Frysk en it Nederlânsk. Foar alle bern jildt dat op dy manier de passive wurdskat yn beide talen útwreide wurdt. As de learkrêft it ferhaal ynteraktyf fertelt, dan wurdt de aktive wurdskat fan de bern ek noch ynskeakele. By Frysk as fiertaal kinne Nederlânsktalige bern mei it fertelkastke holpen wurde om oer de Fryske praatdrompel te kommen.

2.7.7.5 Foarbyld

Juf: Fedde fisk swimt yn it wetter. Sjogge jimme him wol?
Bern: Ja!
Juf: Dêr swimt Fedde fisk en hy sjocht goed om him hinne. Wat sjocht er allegear?
Bern: In sinnebril! In hoed! De lytse fisken! De kiste! It gers!
Juf: Ja, hy sjocht de wetterplanten, de kiste en de stiennen. Mar Fedde fisk tinkt oan wat oars. Hy hat honger. Wêr kin ik wat te iten fine? tinkt er. Myn mage rattelet derfan. Hawwe jimme dat ek wol? Wat ite jimme dan?
Bern: Griente, jirpels, patat!
Juf: Mar dêr hat fisk Fedde hielendal gjin sin oan. Hy mei graach lekkere wjirms of slakjes of aaikes fan in kikkert of… Dan sjocht er nei ûnderen. Hee, tinkt er. Wat soe dêr yn dat kistke sitte? Hy swimt derhinne. Wat tinke jimme? Wat soe der yn dy kiste sitte?
Bern: Jild, goud, sulver, …
Juf: Jawis, dat kin der allegear yn sitte. Mar wis binne wy der net fan. Hoe kinne wy dat te witten komme?
Bern: Dan moatst de kiste iepen meitsje.
Juf: Ja, dat moat Fedde fisk dwaan!
Fedde, swim der mar hinne.

Juf: Ha, tinkt Fedde fisk, soe ik dat ite kinne? Hy swimt derhinne en docht de bek iepen. Wat tinke jimme, soe Fedde dat lekker fine?
Bern: Nee!
Juf: Wêrom net?
Bern: Earmbannen en sa kinst net ite! Nee, dat is net lekker.
Juf: Wat mei Fedde wol?

Bern: Wjirms, ...
Juf: Fedde fisk begjint ek net fuort te iten. Syn fiske-eagen sjogge dy skitterjende dingen. It sjocht der sa moai út. Soe it ek lekker wêze? Hy besjocht it nochris better. Dy giele kraal, wat glimt dy moai. En dy reade dan, dy is sa read as bloed. Mar dy wite dêre, dy skitteret it aldermoaiste. Hy slacht nochris mei de sturt hinne en wer, docht de bek wider iepen en hapt. Mar as Fedde sa'n skitterjende stien yn de bek hat, dan tinkt er: wat is dat stientsje hurd, it is leau 'k ek net sa lekker.
Wat fynt Fedde lekker?
Bern: In wjirm, bôle, ...
Juf: Ja, dat is wier. En wat docht Fedde? Hy spuit dy glimmende stien wer út, mar dûkt al yn de kiste. Even letter swimt er mei in snoer pearels om de nekke fierder. Syn mage rattelet noch altyd. Wat moat er dwaan?
Bern: Fierder sykje, …

Juf: Hiel grutsk swimt Fedde mei pearels om de nekke. Sjoch ik der net moai út? tinkt er. Wat fine jimme derfan? Heart sa'n keatting mei pearels by Fedde fisk?
Bern: Jawol! It liket wol moai!
Juf: Ja, dat is wier. It liket wol moai. Fedde is sa in bysûndere fisk. Hy sjocht grutsk om him hinne. En wat sjocht er dan?
Bern: Dat dêre!
Juf: Wat is dat?
Bern: Angel! Bôle!
Juf: Ja, it is in stikje bôle. Der is ien oan it angeljen. Dy bôle hat Fedde fisk wol sin oan. De mage rattelet noch hieltyd. Mar as Fedde de bôle opyt, wat bart der dan?
Bern: Seare bek.
Juf: Ja, dat is wier. Dan kriget Fedde in seare bek. Want dy bôle sit oan in hoek. As er tahapt, wurdt er fongen. Sille wy Fedde warskôgje?
Bern: Ja! Fedde net ite! Net oankomme!
Ensafuorthinne

2.7.8 Poppekast

2.7.8.1 Ynlieding

Poppekast wurdt troch de learkrêft mei poppen yn in grutte poppekast spile. De 'poppen' belûke de bern yn it ferhaal troch reaksjes út te lokjen en/of fragen te stellen. Poppekast fynt meastentiids plak as der wat bysûnders is. Dat kin bygelyks de jierdei fan ien fan de bern of de learkrêft wêze of in oar feest. Der kin ek poppekast spile wurde yn it ramt fan in tema. Nei't de bern bygelyks nei oanlieding fan de 'Nijsgjirrige wetterwrâld' boarte en wurke hawwe, soe der in poppekastfoarstelling oan taheakke wurde kinne.
De bern kinne sels ek spylje, al of net mei selsmakke poppen yn in bernepoppekast.

2.7.8.2 Doelen

It doel fan it poppekastspyljen troch de learkrêft is dat de bern meinommen wurde troch it ferhaal en dat op sa'n wize har (passive) wurdskat útwreide wurdt. By it sels spyljen fan de bern wurdt de aktive taalfeardichheid stipe.

2.7.8.3 Organisaasje

Poppekast wurdt troch de learkrêft foar de hiele groep spile. Der kinne dan twa poppen tagelyk optrede, dy't yn petear mei elkoar binne. De bern sitte sa foar de poppekast dat elk de poppen goed sjen en hearre kin.
As de bern sels poppekast spylje, moat dat earst wol oefene wurde. Sykje twa spilers út dy't fia de hânpoppen mei elkoar yn petear sille. Bepraat earst mei de bern wat de rol fan de

poppen is, dêrnei wurdt der oefene. As de spilers foar de oare bern optrede, hâldt de learkrêft it spul yn de gaten en stipet de spilers troch fragen te stellen.

2.7.8.4 Poppekast en twataligens

Yn de poppekast kin ôfwikseljend Frysk en Nederlânsk spile wurde. Mar der kinne ek yn ien en itselde ferhaal twa talen foarkomme.
By it sels spyljen kinne de bern ek oefenje yn de twadde taal. Se spylje ommers in rol en dêr kin in oare taal goed by passe. Boppedat binne se ûnsichtber en dan is de drompel om in oare taal te praten leger.

De poppen kinne ek op in boartlike wize ynskeakele wurde by oare lessen, bygelyks om de fiertaal fan in les oan te jaan of om bern oer de praatdrompel te helpen. It oanjaan fan de fiertaal kin troch in poppe op in prominint plak yn it lokaal del te setten. By poppe Ale is de fiertaal Frysk.
De liedster kin de hânpoppe ek brûke by de lesynstruksje of om fragen oan de bern te stellen. Hânpoppe Ale freget bygelyks oan Nederlânske Bert: ‘Bert, kinsto my fertelle watfoar kleur der komt, as ik blau en giel troch elkoar hinne doch?’ Bert fielt no mear as oars de needsaak om yn it Frysk te antwurdzjen en *grien* te sizzen ynstee fan *groen*. As er it Fryske wurd net sa gau betinke kin, sille de oare bern it foarsizze en kin Bert it neisizze. As poppe Annet wat oan Frysktalige Anke freget, sil Anke yn it Nederlânsk antwurd jaan.

2.7.8.5 Foarbyld

Katryn fiert har jierdei

Spilers: Katryn en Jan Klaassen, Annet, in famke út Hollân, Sjon/Sibbele, in neef fan Katryn út Amearika

Jan Klaassen
Hallo jonges en famkes, is de poppekast net moai fersierd? Witte jimme wêrom? Nee? Dat is om’t Katryn hjoed har jierdei fiert. Fan ’e moarn betiid ha ’k it hjir fersierd. Katryn leit noch lekker te koesen. Juster ha ik in kadootsje foar har kocht. It sit hiel moai ynpakt. Sil ik it kadootsje ophelje? Ja? Okee. *(Jan ôf)*

Katryn
Dach jonges en famkes. Ik miende dat ik niis krekt Jan praten hearde. *(sjocht om har hinne)*

Hy is hjir net mear, mar… wat is it hjir moai fersierd. Hat Jan dat dien? Prachtich, dat is fansels om't it myn jierdei is. Ik bin o sa nijsgjirrich watfoar kadootsje ik krij.
Juster hawwe Jan en ik al wat foar it feest kocht. In hiele lekkere taart. Dy ha 'k yn de koelkast set, mar dy sil ik der no úthelje, want dan is er aanst net mear sa kâld. *(Katryn ôf)*

Jan
(*komt mei in pakje yn de hannen op)*
Sjoch, hjir ha 'k it kadootsje al! Wêr is Katryn no? O, se hellet de taart út de koele kast? No, dan komt se hjir wol wer. As ik oan dy taart tink, hmmm… dan rint my it wetter om de tosken!

Katryn
Ha dy Jan!

Jan
Katryn, lokwinske mei de jierdei. Ik hoopje datsto in hiel âld wyfke wurde meist… smak… smak… (*Jan jout har op beide wangen in tút)* Hjir is it kadootsje.

Katryn
Tanke wol, Jan. *(pakt it út)* Oohh Jan, wat in prachtige faas. En hy skitteret sa moai.

Jan
Ja, skitterjend kristal foar Katryn!
Katryn, sille wy fan 'e moarn, om't it feest is, gjin bôle mar taart ite?

Katryn
Nee, dat dogge wy net. De taart is foar by de kofje. Neef Sibbele komt ek. Hy is mei de fleanmasine hielendal út Amearika nei ús lân flein. Hy hat my belle, om kofjetiid is er hjir.

Jan
Gesellich!

Katryn
Wolst wat slachrjemme klopje?

Jan
Jawis Katryn, ik wol alles wol foar dy dwaan, mar earst sille wy wat ite. Ik wie al betiid fan 't bêd ôf fan 'e moarn. Ik ha wol sin oan wat.

Katryn
Dat is goed. *(beide ôf)*

Annet
Hallo, mevrouw Katrijn Klaassen! Waar bent u? Hee, dag kinderen! Weten jullie wie ik ben? Nee? Ik heet Annet en ik logeer bij mijn oma. Dat is een buurvrouw van Katrijn. Kunnen jullie mij ook vertellen waar Kartrijn is?

Ensafuorthinne

2.7.9 De rappegaai-metoade

2.7.9.1 Ynlieding

By de rappegaai-metoade fertelt de learkrêft in ferhaal. By de sinnen makket se bewegings. De bern sizze de sin nei en imitearje de beweging. Troch de kombinaasje fan taal en beweging begripe bern de betsjutting fan de sin en úteinlik it hiele ferhaal. Mar de taal wurdt

net allinnich passyf leard. Troch it faak neisizzen fan it ferhaal leare de bern de taal ek aktyf. Se brûke de passende wurden yn korrekte sinskonstruksjes.

2.7.9.2 Doel

It foarnaamste doel fan de rappegaai-metoade is dat bern in oare taal leare as har memmetaal. Sa kinne allochtoane bern it Nederlânsk oanleare. En Nederlânsktalige bern kinne mei de metoade it Frysk (better) leare. It hat nammentlik bliken dien dat dizze bern it Frysk faak wol passyf behearskje, mar it net brûke. Mei oare wurden: de Fryske praatdrompel is foar harren faak noch te heech. Mei de rappegaai-metoade kin dy drompel ferlege wurde mei as resultaat dat de bern yn bepaalde situaasjes Frysk prate.

2.7.9.3 Organisaasje

Alle wiken stiet in ferhaal sintraal, dat sa mooglik oanslút by it tema dat dy wyks oan de oarder is. It ferhaal biedt in protte mooglikheden ta útbylding.
De bern steane yn de rûnte. De learkrêft fertelt it ferhaal sin foar sin en byldet de betsjutting út. De bern sizze elke sin nei en imitearje dêrby de learkrêft.
Op twa oare dagen yn dyselde wike wurdt it ferhaal herhelle.

2.7.9.4 Rappegaai-metoade en twataligens

Foar de Nederlânsktalige bern is de rappegaai-metoade gaadlik om it Frysk aktyf te brûken. Foar de allochtoane bern is de earste prioriteit om mei de metoade it Frysk te ferstean.

2.7.9.5 Foarbyld

‘Lekker sliepe!’ ropt bear Boeloe op ’e televyzje.
Us mem seit: ‘En no op bêd.’
Ik sit op ’e grûn.
Ik doch de fiter los.
Sa, earst de linkerskoech út.
En dan de rjochter.
De linkersok út.
De rjochter goai ik lekker fier fuort.
Ik gean stean.
No de trui oer de holle.
Dy hingje ik oer de stoel.
It bloeske doch ik fansels ek út.
Hup! Op ’e stoel.
En it himdsje oer de holle.
Sa, ek op ’e stoel.
En dan no de broek noch.
Oeps! Dêr fal ik hast om.
No rin ik nei de badkeamer.
Ik doch toskpoetsersguod op ’e toskeboarstel.
Poetse, poetse, poetse!
Even de mûle spiele: bublebublebuble.
Wêr is it waskhantsje?
Sjoch, it leit op ’e grûn.
Ik pak it op.
En hâld it ûnder de kraan.
Ik fei my oer de snút.
Oer de earms en de búk.
Brrr... wat is dat wetter kâld.

Gau, gau, de piama oan.
Noch even nei it húske.
En dan: hup! Fluch op bêd.
Want mem lêst in ferhaaltsje foar.
Hoera!

2.7.10 Ferskes en rymkes

2.7.10.1 Ynlieding

By de 'Nijsgjirrige wetterwrâld' wurdt it lietsje 'Fiskje, fiskje yn it wetter' oanleard. Der wurdt ek in rymke oanleard : 'Yn de sleat of ûnder wetter'. Mar der komme ek ferskes en rymkes oan de oarder dy't gjin ferbân ha mei it tema.
De learkrêft leart it ferske of rymke oan. Sy docht dêrnjonken taalboarterijkes of oefeningen. By de sjongferskes bygelyks it ritme klappe, it ferskil hearre tusken heech en leech, stimoefeningen, klanken neidwaan. By de rymkes is dat it útbyldzjen, oanwizen en boartsjen mei rymwurden.
De learkrêft lit it boek sjen dêr't it ferske of rymke út komt. De bern sjogge sa it ferskil tusken noaten en letters.

2.7.10.2 Doelen

By ferskes leit de klam op 'e muzyk, mar wy beheine ús hjir ta de taaldoelen. De bern krije by it oanlearen fan ferskes en rymkes op in boartlike wize noasje fan de 'literêre' kanten fan taal. Sa as nocht en wille belibje oan (rym)klanken, stêfrym en it boartsjen mei taal.
Yn in meartalige situaasje is taalferliking ek in doel. De bern krije sa troch dat ien ding op mear manieren beneamd wurde kin. Ferskes en rymkes binne ek fan belang foar de wurdskatútwreiding. Boppedat kinne rymkes en ferskes, om't se út 'e holle leard wurde, in help wêze by it nimmen fan de praatdrompel.

2.7.10.3 Organisaasje

Ferskes en rymkes wurde yn groepsferbân oanleard. De learkrêft sjongt it ferske of draacht it rymke foar. Herhelling mei tuskenskoften is wichtich. Bewegings en yntonaasje soargje derfoar dat it memorisearjen better ferrint. Tusken it oanlearen troch boartsje de bern mei taal en dogge se oefeninkjes yn bygelyks taalferliking.

2.7.10.4 Ferskes en rymkes en twataligens

Yn in twatalige situaasje sil, ôfhinklik fan de fiertaal, de iene kear in Frysk ferske of rymke oanleard wurde, de oare kear in Nederlânsktalich. Ferskes en rymkes yn beide talen stypje de wurdskat yn dy talen.

2.7.10.5 Foarbylden

Rymkes

Juffrouw Katrijntje skriuwer: *ûnbekend*

Juffrouw Katrijntje
zat achter 't gordijntje
Wat deed ze daar?
Ze kamde haar haar
Wat deed ze nog meer?
Dat vertel ik je de volgende keer.

Dit bin ik *út: 'Pyfke Lokomotyfke' fan Jant Visser-Bakker*

Dit is myn holle

Dit is myn holle
En dat is myn hier.
Dit binn' myn eachjes,
Dy sjogge sa blier.
Dit is myn noaske,
Twa gatsjes der yn.
Dit binn' myn earkes,
Dy harkje sa fyn.
Dit is myn mûle,
Dy docht fan hap, hap.
Dit binn' myn wankjes,
Wat bin ik al knap!

Boartsje mei taal/wurdskatútwreiding

De liedster freget bygelyks: 'Hier en blier rymt. Wa wit noch mear wurden dy't rime op hier?'
En: 'Wat hearsto earst by it wurd *hier*? Sille wy in sin betinke mei safolle mooglik h's oan it begjin?'
Bygelyks: Harmen Hamstra hat hiel hip hier op 'e holle.

Behalve de holle ek de lichemsdielen oanwize en beneame: de earms en skonken, hannen, fingers, fuotten, teannen, it liif, de rêch.

Taalferliking

De liedster seit bygelyks: 'Wat rijmt er nog meer op Katrijn en gordijn?'
Katrijn wordt in het Fries Katryn, gordijn - gerdyn, wijn - … , mijn - … , zijn - …, maar lijn wordt line en pijn wordt …
De liedster freget bygelyks: 'Wat is hier yn it Nederlânsk? Is blier itselde as bliid? Wat is dat yn it Nederlânsk? Rime dy beide wurden ek?'
'Hier en bier, dat rymt. Wat is bier yn it Nederlânsk?'
De bern ûntdekke dat der ek wurden yn beide talen gelyk binne.

Ferskes

Tys Tekkel *út: 'Retteketet tsjyng boem' fan Hindrik van der Meer*

Boartsje mei taal/wurdskatútwreiding

De liedster freget bygelyks: 'Fynsto dyn eigen hûn leaf? Jousto him wolris in tút? Wat rymt der op tút?'
Tekkel Tys is in âlde sneuper. In âlde sneuper stekt oeral syn noas yn. In âlde sneuper wol alles witte.
'Earmoedich blaffe, hoe docht Tekkel Tys dat?'
Bern en liedster dogge it nei.
'Hoe sjocht Tys Tekkel der út?'
Bern neame op wat har opfalt. Faaks kinne fragen har op wei helpe, sa as: 'Hat er lange of koarte poatsjes? In wiete snút? Lytse of grutte earen? En watfoar eagen hat er?'

Taalferliking

‘Wat is in jiskesek yn it Nederlânsk?’
‘Wat is snút yn it Nederlânsk?’
‘Hoe giet dat mei sprút, tún en thús? En tút?’
In tút fan in teepot wurdt tuit. Mar in tútsje op it wang is in …

2.7.11 Beukergymnastyk en bewegingsspultsjes

2.7.11.1 Ynlieding

Yn it ramt fan de ‘Nijsgjirrige wetterwrâld’ kin der in spultsje dien wurde mei allegear bewegings dy’t mei wetter, fisken en sa te krijen ha. Dêrnjonken sil de learkrêft yn it boarters- of gymlokaal spesifike beukergymlessen jaan. Boppedat komme bewegings- of sjongspultsjes oan de oarder.
By beukergymnastyk kinne ferskate materialen brûkt wurde, bygelyks ballen, blokken, banken, pittesekken en it tou sûnder ein. By bewegings- en sjongspultsjes wurde ek attributen brûkt, bygelyks in blyndoek, in read mûtske foar Reakapke, in toverstokje foar tovener, ensfh.
De learkrêft hat by de aktiviteiten in liedende rol. Sy jout opdracht ta bewegingsoefeningen en leit de regels út.
By sjongspultsjes leare de bern de ferskes meastentiids yn it foar oan.

2.7.11.2 Doelen

De bedoeling fan beukergymnastyk en bewegingsspultsjes is dat de bern oefeningen krije foar har motoaryske ûntwikkeling. Boppedat leare sy in tal sosjale feardichheden: se belibje wille oan spultsjes, moatte har oan regels hâlde en leare om te gean mei winnen en ferliezen.

It taalgebrûk by sjong- en bewegingsspultsjes is fêstlein yn fêste patroanen, dy’t oefene wurde kinne. Dêrom kinne de spultsjes in middel wêze om oer de praatdrompel te kommen.

2.7.11.3 Organisaasje

Lessen beukergymnastyk en oare bewegingslessen wurde oan de hiele groep jûn. De learkrêft hat in tal gymnastykoefeningen en/of spultsjes útsocht. De sfear by de gymnastyklessen is saakliker as by sjong- en bewegingsspultsjes. By spultsjes is mear ymprovisaasje mooglik en de ynbring fan de bern is meastentiids grutter.

2.7.11.4 Gymnastyk, spultsjes en twataligens

By beukergymnastyk en bewegingsspultsjes is it brûken fan Frysk en Nederlânsk as fiertaal belangryk. Nije wurden en begripen komme sa yn beide talen op in funksjonele manier oan de oarder. Foar Nederlânsktalige bern kinne sjong- en bewegingsspultsjes in middel wêze om oer de Fryske praatdrompel te kommen.

2.7.11.5 Foarbylden

In gymnastykles mei blokken

Foar alle bern leit der in blok yn it boarterslokaal, bygelyks yn de foarm fan in boustien.
De bern meie tusken de blokken troch rinne, sûnder elkoar oan te reitsjen.

By in klap op ’e tromme giet elk achter in blok stean, by twa klappen giet elk op it blok stean.
Of by ien klap op it blok stean gean, by twa klappen njonken it blok.
Nei in tal oefeningen mei elk bern it blok pakke en op ’e flakke hân drage.
De liedster kin ek freegje: ‘Is it blok swier of licht?’
Bern meie no betinke hoe’t sy in blok noch mear drage kinne.
Op it skouder, op ’e holle, tusken de knibbels.
Dan komme de springoefeningen, sa as op in teken oer it eigen blok springe.
Fan de blokken in (smelle) sleat meitsje, dêr’t de bern oer springe.
As ôfsluting bouwe de bern fan de blokken in toer.

Taal/wurdskatútwreiding
De bern leare op in funksjonele manier romtlike begripen, sa as: foar, achter, op en njonken in blok stean gean, oer in smelle, brede ‘sleat’ springe, in hege of lege toer bouwe.

Taalspultsje: Skipper



De skipper antwurdet fan ja.
De bern sjonge it twadde part fan it ferske.
De skipper antwurdet fan nee.
De bern freegje: ‘Hoe dan?’
De skipper docht foar hoe’t de bern nei de oare kant sille, bygelyks hinkelje, huppelje, krûpe, drave.
De skipper besiket by it oerrinnen safolle mooglik bern te tikjen.

Wa't tikke is, is ôf.

Bewegingsspultsje: Tsjoendersbern



It tsjoendersbern sjongt it liet en seit op in rep-eftige wize de toverspreuk: Ty ta tomke, kile kile klomke, kile kile kis. Jimme binne hûntsjes dat is wis. Yn plak fan hûntsjes kinne de bern ek yn katten, tigers, apen of watfoar bist dan ek mar omtsjoend wurde.
Alle bern rinne no as in bepaald dier troch it lokaal oant it tsjoendersbern de spreuk wer seit en de bern wer in oar bist imitearje.

Aktyf taalgebrûk fan learkrêft en bern/wurdskatútwreiding
Bern leare nije wurden en begripen as bygelyks toverspreuk en tsjoender. By spultsjes kinne der spontane petearkes ûntstean, sa as oer it jin hâlde oan regels, graach oan bar komme wolle of net earlik spylje.

2.7.12 Hoeken

2.7.12.1 Ynlieding

Yn it foarbyld fan de nijsgjirrige wetterwrâld ûntstiene twa hoeken: in boppe-wetterhoeke en in ûnder-wetter hoeke. Dy hoeken binne in ôfbylding fan de werklikheid. De bern kinne út ûnderfining de sleat, poel of mar mei oan de kant de reiden en de fisker mei syn angel. De wrâld ûnder wetter kinne se net direkt. Dat is de heimsinnige wrâld dêr't de dingen yn wei wurde, ast se per ûngelok falle litst. Dat is ek de wrâld fan de fisken, benammen de grouwe

snoek, dy't dy yn de tean byt ast oan it swimmen bist.

Hoeken lykas de boppe- en ûnder-wetter hoeke wurde neimakke, as ôfbylding fan de grutte-minske wrâld. Sa wurdt de wrâld yn it lokaal helle. Bern oriïntearje har yn in neimakke wrâld. Se imitearje yn har spul de werklikheid. It boartsjen yn dizze hoeken is dus in foarm fan wrâldoriïntaasje.
Bern bliuwe net by de werklikheid stean, mar heakje der yn har fantasije eigen eleminten oan ta. De fisker stapt yn de boat en de angel wurdt in boom of roeiriem. Hy stapt oerboard en feroaret yn in wetterreus, dy't alle rommel fan de boaiem opsiket en nei syn grot bringt.
Sa noegje de temahoeken de bern net allinnich út om de werklikheid te imitearjen, mar ek om mei de fantasije in eigen wrâld te meitsjen.

Yn it foarbyld fan de nijsgjirrige wetterwrâld is ek noch sprake fan in oare hoeke: de bern kinne tekenje, stimpelje en 'skriuwe' yn in aparte hoeke. De yndrukken dy't se yn de temahoeken opdien ha, uterje se yn de teken-, stimpel- en skriuwhoeke. Foar it gemak neame wy dy hoeke tenei de skriuwhoeke. Hjir moatte de bern sels in wrâld meitsje, op papier, mei as útgongspunt de neimakke boppe- en ûnder-wetter wrâld.

Nêst de skriuwhoeke hat it lokaal meastal ek noch wol in bou-, poppe- en lêshoeke. Dat binne de funksjehoeken, om't dy de bern útnoegje ta aktiviteiten, rjochte op bepaalde funksjes en feardichheden.

Taal spilet yn de hoeken in grutte rol. Yn de temahoeken brûke de bern taal by it beneamen fan de ferskillende eleminten en by it imitearjen fan de werklikheid. De learkrêft kin de taal sichtber meitsje mei wurdkaartsjes.
Yn de bou- en poppehoeke brûke de bern ek taal, wylst se mei konkrete materialen in eigen wrâld út- en ferbyldzje. Se spylje faak al boartsjend in ferhaal út: regeljend ('Do bist heit en ik bin mem.') en spontaan ('Ik moet de baby een luier onder doen.').
Yn de lês- en skriuwhoeke stiet taal alhiel sintraal. De bern 'lêze' taal yn printeboeken en stimpelje en skriuwe in (sabeare) tekst.

2.7.12.2 Doelen

Yn de hoeken stiet de wrâld fan de bern sintraal, wurde ferskillende funksjes en feardichheden ûntwikkele en spilet taal in belangrike rol. Wrâld, funksjes en taal binne de kearnwurden yn dizze sin. Fan dy trije kearnwurden kinne de doelen fan hoeken yn de skoalsituaasje ôflaat wurde.
It earste doel is it ferkennen fan de wrâld. Bern oriïntearje har op 'e wrâld dêr't se yn libje. Dat dogge se û.o. troch de werklikheid fan de folwoeksenen te imitearjen.
It twadde doel is it ûntwikkeljen fan funksjes en feardichheden, sa as de motoryk yn de bouhoeke, sosjale feardichheden yn de poppehoeke en tariedend lêzen en skriuwen yn de lês- en skriuwhoeke.
It tredde doel is it ûntwikkeljen fan de taalfeardichheid. Om't bern yn de hoeken mei elkoar prate, wurde se feardiger yn it brûken fan de taal. Boppedat wurdt harren wurdskat útwreide, as bygelyks yn de temahoeken, de lês- en skriuwhoeke nije wurden oan de oarder komme.

2.7.12.3 Organisaasje

Der binne fêste en wikseljende hoeken yn de beukerbou. Fêste hoeken binne bygelyks de bou-, poppe- en lêshoeke. Wikseljende hoeken binne de temahoeken, dy't opboud wurde nei oanlieding fan in bepaald tema.

De learkrêft hantearret in foarkar- en/of wikselsysteem foar de besetting fan de hoeken. Dat systeem is der op rjochte dat in bern de kâns (en ferplichting) hat om yn alle hoeken te boartsjen.

De learkrêft hat by de begelieding fan de bern yn de hoeken de trije doelen foar eagen: oriïntaasje, funksje-ûntwikkeling en taalûntwikkeling. Se observearret de bern en makket oantekens oer dingen dy't har opfalle:
- Hoe ferrint de oriïntaasje?
- Hokker funksjes en feardichheden ûntwikkelet it bern?
- Is der foarútgong of stagnearret dy ûntwikkeling?
- Hokker nije wurden behearsket it bern al?
- Brûkt it bern goede sinnen?

2.7.12.4 Hoeken en twataligens

Ien fan de doelen fan it hoekewurk is de taalûntwikkeling. De taalûntwikkeling fynt plak op basis fan:
- it spontaan brûken fan de talen;
- bewuste aktiviteiten fan de learkrêft.

Yn de hoeken brûke de bern de taal spontaan. Dat sil meastal de memmetaal wêze, ek as de fiertaal de oare taal is. Wy kinne it ek sa sizze: by hoekewurk wurdt meastal de omgongstaal brûkt, dus de memmetaal. It hoekewurk biedt in goede gelegenheid om de eigen taal fan de beuker te ferrykjen.
Der is ien útsûndering op it brûken fan de memmetaal yn de hoeken: Frysktalige bern prate gau ris Nederlânsk as se in rol spylje. It is krekt as by it spyljen fan (bepaalde) rollen de taal heart dy't fierder fan it bern ôf stiet. It bern krûpt yn in oare rol en dus ek yn de oare taal.

Taalûntwikkeling fynt ek plak troch bewuste aktiviteiten fan de learkrêft. In pear foarbylden:
* De learkrêft stimulearret de taal fan it bern troch fragen te stellen.
* De learkrêft korrizjearret de taal fan it bern troch herhelling fan de útspraak yn de goede foarm: it bern seit: 'Juf, ik ha it opgeschreven.'; juf ferbetteret: 'Hasto it no al opskreaun?'
* De learkrêft makket wurdkaartsjes foar de wrâldhoeke.
* De learkrêft lêst yn de lêshoeke in printeboek foar.
* De learkrêft skriuwt in koarte tekst op 'e tekening dy't it bern yn de skriuwhoeke makke hat.

It is belangryk dat de bewuste taalaktiviteiten fan de learkrêft rjochte binne op sawol it Nederlânsk as it Frysk. In pear foarbylden:
* De skoalle hat in fiertaalbelied fêststeld. De learkrêft hâldt har dêroan en brûkt de beide talen skieden, ek by de begelieding yn de hoeken.
* De learkrêft makket wurdkaartsjes yn beide talen.
* De learkrêft lêst yn de lêshoeke in Frysk boek foar, as de fiertaal Frysk is en in Nederlânsk boek, as Nederlânsk de fiertaal is.
* De learkrêft skriuwt sawol Fryske as Nederlânske teksten op 'e tekeningen, ôfhinklik fan de memmetaal fan it bern of de fiertaal dy't oan de oarder is. Se kin it bern ek útstelle om de tekst yn beide talen op te skriuwen.

2.7.13 Skoalleradio en -televyzje

2.7.13.1 Ynlieding

Neat is better om fan de wrâld sels te learen. Bern ferkeare alle dagen yn de wrâld. Se sjogge dêr in protte dingen dy't har nijsgjirrich meitsje en fragen oproppe: de man dy't oan de kant fan de feart stiet te fiskjen; de reiden dy't bûgje op 'e wyn; de kikkert dy't út 'e wâl wei springt, yn it wetter plûnzet en ynienen weiwurden is; in plestik pûde dy't as in boatsje op it wetter driuwt.
It soe moai wêze dat de learkrêft geregeld mei de bern op 'en paad gean koe om de echte wrâld te ferkennen: mei iepen eagen by de dingen lâns rinne, fragen stelle en dêr op yngean.

Mar dat is net altyd mooglik.
Wol is it mooglik om de (wetter)wrâld yn de klas te heljen (sjoch it foarbyld fan de nijsgjirrige wetterwrâld yn paragraaf 1 fan dit haadstik).
De wrâld kin ek by de bern brocht wurde troch skoalleradio en -televyzje. De radioprogramma's roppe mei stimmen en oare lûden in fiktive of reële wrâld by de bern op. De televyzjeprogramma's dogge dat mei bylden en lûden. It is net de 'echte' wrâld dy't de bern bygelyks betaaste kinne. Mar de suggestje is foar (jongere) bern sa sterk dat lûden en bylden dy wrâld benei komme.

De programma's foar beukers binne min of mear rjochte op in fiktive wrâld. Der wurdt in ferhaal spile troch minsken en/of dieren yn de foarm fan poppen. Sa komme de bern op in boartlike wize mei de tema's yn oanrekking dy't ek yn de grutte wrâld spylje.

Taal spilet in belangrike rol by skoalleradio en -televyzje. By de radioprogramma's is dat noch sterker it gefal as by de televyzjeprogramma's. By dy lêste is de kombinaasje fan byld en taal in wichtige faktor. Troch dy kombinaasje kinne de bern de betsjutting fan wurden en sinnen better begripe. Bylden 'yllustrearje' de taal.

Foar de beukers binne televyzjeprogramma's better te folgjen as radioprogramma's. Bylden hâlde de oandacht langer fêst as lûden.

Yn de rin fan de jierren binne in protte skoalleradio en -televyzjeprogramma's útstjoerd: Nederlânsktalige op 'e nasjonale stjoerder en Frysktalige troch Omrop Fryslân. Dy programma's wiene faak net allinnich op it stuit fan útstjoeren de muoite wurdich, mar binne dat ek foar kommende jierren. Dêrom hawwe in protte skoallen de programma's opnommen om se letter yn te setten by bepaalde tema's.

It tema fan de nijsgjirrige wetterwrâld jout oanlieding om in televyzjeprogramma oer it wetter oan de bern sjen te litten. Dat kin in skoalletelevyzjeprogramma út in aktuele searje wêze of in programma út it ferline. Mar it is ek mooglik dat in oar programma oer wetter, dat sa troch de wike hinne útstjoerd wurdt, goed past by it tema.

2.7.13.2 Doelen

Bern folgje yn skoalleradio en -televyzjeprogramma's in ferhaal oer de wrâld. Sa oriïntearje se har op 'e wrâld en leare tagelyk fan de taal dy't yn it ferhaal brûkt wurdt. Wrâld en taal, dy't fan wêzentlik belang binne by skoalleradio en -televyzje, jouwe rjochting by it formulearjen fan de doelen.
It earste doel fan de skoalleradio en –televyzjeprogramma's is de oriïntaasje op 'e wrâld. Troch de programma's leare de bern de wrâld kennen.
It twadde doel is it ûntwikkeljen fan de taal. Troch de taal yn de programma's wurdt boud oan taalfeardichheid: de bern leare nije wurden en sinskonstruksjes. Se slaan dy op yn de 'skatkeamer fan de taal' (passive taalfeardichheid) en brûke eleminten dêrút dy't passe by bepaalde situaasjes (aktive taalfeardichheid).

2.7.13.3 Organisaasje

By de ynset fan skoalleradio en -televyzjeprogramma's kinne wy trije fazen ûnderskiede:
- De tarieding op it programma.
De learkrêft stelt foar de útstjoering it tema fan it programma oan de oarder. Dat kin yn de foarm fan in petear, in ferhaal of in (printe)boek. Faak jout it begeliedend materaal by it programma ek mooglikheden foar de tarieding.
It ûnderwerp fan it programma kin foar de learkrêft ek oanlieding wêze om de ferskillende aspekten foar in bepaalde perioade tematysk út te wurkjen. Sa steane de measte aktiviteiten yn it teken fan it tema en is der gjin aparte tarieding op it programma nedich.

- It programma sels.
De opstelling fan de bern is sa dat elkenien it programma goed folgje kin. By televyzjeprogramma's hat de learkrêft sicht op sawol it skerm as de bern.
- De ferwurking fan it programma.
By elk Frysk programma is begeliedend materiaal, dat mooglikheden biedt foar ferwurking.

2.7.13.4 Skoalleradio/-televyzje en twataligens

Alhiel yn de Nederlânsktalige tradysje fan it ûnderwiis, ek yn Fryslân, wiene Nederlânsktalige skoalleradio en -televyzjeprogramma's fanselssprekkend. Dy wiene der ek earder as de Fryske. Skoalleradio en -televyzje wie net allinnich in moaie oanfolling op it skriftlike materiaal fan de saakfakken of wrâldoriïntaasje (de metoades), mar de taal waard ek as weardefol beskôge. Om't de oriïntaasje op 'e wrâld by it eigen gea begjint, wie it logysk dat foar bern yn Fryslân der ek programma's komme moasten dy't útgiene fan de Fryske situaasje. Boppedat koe dêr it Frysk yn brûkt wurde. Sa is de Fryske skoalleradio en -televyzje ûntstien. Beide aspekten dy't by de skoalleradio en -televyzje in rol spylje (wrâld en taal) binne ek hjir it útgongspunt.

De praktyk is dat fierwei de measte skoallen yn Fryslân sawol Frysktalige as Nederlânsktalige programma's folgje. Dêr komt it prinsipe fan de twataligens dúdlik yn nei foaren. Learkrêften kinne bern dêr ek bewust fan meitsje: "Hjoed sjogge wy nei in programma fan de Nederlânske televyzje en moarn is der in programma fan de Fryske televyzje. Sa leare wy twa talen, it Nederlânsk en it Frysk." Fryske skoalleradio en -televyzje en Nederlânske skoalletelevyzje (der is gjin Nederlânske skoalleradio mear) is dus goed foar de twatalige taalûntwikkeling.

De ynset fan de Fryske skoalleradio en -televyzje is op 'e skoallen hiel ferskillend. Yn N- en NA-skoallen wurdt de Fryske skoalletelevyzje benammen brûkt by it 'Frysk as fak' of de 'Fryske les'. It doel is foaral dat bern troch de programma's it Frysk ferstean leare.
Yn F-skoallen, dy't it Frysk ek as fiertaal brûke, wurde de programma's meastal ynbêde yn it tematyske wurkjen. De klam leit op de oriïntaasje op 'e wrâld, útgeande fan it eigen gea. It aspekt fan de taal komt foaral oan de oarder yn de tarieding op en de ferwurking fan de programma's.

Taal en wrâld binne ek op in oare wize op elkoar ôfstimd. De tema's fan de taallessen fan de Fryske taalmetoade komme yn bepaalde televyzjeprogramma's en it begeliedend materiaal werom. Sa kinne de learkrêften taal en wrâldoriïntaasje yn it tematysk wurkjen mei elkoar ferbine.

Taheakke Doelen

Boekoriïntaasje
- Bern begripe dat yllustraasjes en tekst in ferhaal fertelle.
- Bern witte dat boeken lêzen wurde fan foaren nei achteren, siden fan boppen nei ûnderen en rigels fan links nei rjochts.
- Bern witte dat ferhalen in opbou hawwe.
- Bern kinne oan de hân fan it omslach fan in boek al wat sizze oer de ynhâld.
- Bern witte datst oer it boek fragen stelle kinst. Dy fragen helpe om goed nei it ferhaal te harkjen en nei de yllustraasjes te sjen.

Ferhaalbegryp
- Bern begripe de taal fan de foarlêsboeken. Sy kinne konklúzjes lûke út in ferhaal dat foarlêzen is. Healwei it ferhaal kinne se oanjaan hoe't it fierder giet.
- Bern witte dat de measte ferhalen opboud binne út situaasjeskets en in episoade. In situaasjeskets jout ynformaasje oer de haadpersoanen, it plak en de tiid fan de hanneling. Yn in episoade komt in bepaald probleem foar dat oplost wurdt.
- Bern kinne in ferhaal neispylje, wylst de learkrêft it fertelt.
- Bern kinne in ferhaal neifertelle, foarearst mei help fan yllustraasjes.
- Bern kinne in ferhaal neifertelle sûnder help fan yllustraasjes.

Funksjes fan skreaune taal
- Bern witte dat de skreaune taal in kommunikatyf doel hat, bygelyks brieven, boeken en tydskriften.
- Bern witte dat symboalen, sa as logo's en piktogrammen, ferwize nei taalhannelingen.
- Bern binne har bewust fan it permaninte karakter fan skreaune taal.
- Bern witte dat tekeningen en tekens oanlieding jaan kinne ta kommunikaasje.
- Bern witte wannear't der sprake is fan de taalhannelingen 'lêze' en 'skriuwe'; se kinne it ûnderskied tusken 'lêze' en 'skriuwe'.

Relaasje tusken sprutsen en skreaune taal
- Bern witte dat sprutsen taal fêstlein wurde kin, op papier en mei audio-fisuele middels.
- Bern witte dat skreaune taal útsprutsen wurde kin.
- Bern kinne wurden as globale ienheden lêze en skriuwe. Foarbylden: de eigen namme en nammen fan foar it bern belangrike persoanen, dingen, logo's en merknammen.

Taalbewustwêzen
- Bern kinne wurden yn sinnen ûnderskiede.
- Bern kinne ûnderskied meitsje tusken de foarm en betsjutting fan wurden.
- Bern kinne wurden yn klankgroepen ferdiele, bygelyks pop-pe-hoek.
- Bern kinne reagearje op en boartsje mei bepaalde klankpatroanen yn wurden: earst einrym (boer en stoer) en letter begjinrym (Klaas en Kees).
- Bern kinne fonemen as de lytste klankienheden yn wurden ûnderskiede, bygelyks b-a-k.

Funksjoneel 'skriuwe' en 'lêze'
- Bern 'skriuwe' funksjonele teksten, lykas listkes, briefkes, opskriften en ferhaaltsjes.
- Bern lêze selsstannich printeboeken en teksten fan harsels en oaren.

2.8. Haadstik 8: Taal foar groep 3 en 4

2.8.1 Taaldei

Skoalle A
Groep 3 en 4
24 bern
Nederlânske metoade foar begjinnend lêzen
Fryske lêsmetoade foar groep 4

Tusken kertier oer achten en healwei njoggenen komme de bern yn it lokaal. Juf stiet by de doar, heint de bern mei in fraach of in praatsje op en harket nei har ferhalen. Dan geane se nei in hoeke, de kast of it eigen taffeltsje. Se pakke in boek, in puzel of it wurkje dat se juster net ôf krigen ha.

Om kertier foar njoggenen klinkt in beltsje. De bern romje op en sitte klear foar it begjin. Juf seit dat Peter har fan 'e moarn wat nijsgjirrichs ferteld hat. Hy mei it no oan de hiele groep sizze. Grutsk fertelt Peter dat se in nije auto kocht ha en dat er wol 220 kilometer yn de oere rydt. De bern meie oan Peter fragen oer de auto stelle. Der komme fragen oer de kleur, it merk en wêr't er op rydt, benzine, disel of gas.
Juf seit dat se fan 'e middei fierder oer de auto fan Peter prate sille.

Juf skeakelet oer op it Nederlânsk, want 'de Nederlandse leesles begint'. De bern fan groep 4 lêze selsstannich yn in Nederlânsk of Frysk lêsboek, elk op syn/har eigen nivo.
Juf fertelt oan groep 3 in ferhaaltsje oer 'het feest van brombeer'. It wurd 'feest' komt op it boerd. De ee kriget in reade kleur. De bern neame mear wurden mei ee. It lêsboek komt op 'e bank en it haadstik oer it feest wurdt oefene. Dêrnei wurkje de bern yn it wurkboek en mei de letterdoaze. Wa't klear is, mei in feesttekening meitsje.

Juf giet nei groep 4 en freget oan de bern wa't wat oer in doar of in noas lêzen hat. Der is ien fan de bern dy't it ferhaal lêst oer de sân kabouters dy't om de hoeke fan de doar nei Sniewytsje sjogge. Juf freget wat 'deur' yn it Frysk is. Dêrnei krije de bern in Fryske lêsles oer it twalûd oa: doar, boar, foar, koar, noar, ensfh. It boek komt op 'e bank en it haadstik oer de doar wurdt lêzen. Juf freget nei de betsjutting fan koar, noar en hoarn. Yn it lêste part fan de les meitsje de bern de opdrachten yn it wurkboek.

Yn de tsien minuten foar it skoft liedt juf it tema 'Elk syn eigen taal' yn. Hokker taal prate de bern thús? Watfoar taal hearst foar de radio en televyzje? Ensafuorthinne.
Nei it skoft sjogge de bern nei it Fryske televyzjeprogramma 'Elk syn eigen taal'. Oanslutend komt it boek 'D'r opút' op 'e bank. De bern ferkenne de praatplaat fan it stasjon; op dy plaat spilet taal op ferskillende manieren in rol. Nei oanlieding fan de ôfbylding fan de trein freget juf, wat hurder ride kin, in trein of in auto? Peter tinkt dat harren auto mei 220 kilometer op 'e teller hurder kin.

Tusken de middei siket juf in ferhaal op dat oanslút by de ynbring fan Peter. Se tekenet in kilometerteller fan in fyts en in auto op it boerd en fierder twa linen ûnderinoar mei in ferdieling yn 25 stikjes.

Juf lêst it ferhaal foar en lit de bern reagearje. Dêrnei freget se wa't in kilometerteller op 'e fyts hat? Hoe hurd kinst op 'e fyts? Wylst de bern telle fan 1 o/m 25, skriuwt juf de getallen ûnder de earste line. Dêrnei telle alle bern de tsientallen fan 10 o/m 100 en de bern fan groep 4 fierder fan 100 o/m 250. Juf skriuwt de getallen ûnder de twadde line. Peter mei oanwize hoe hurd oft harren auto ride kin. Hoe hurd mei in auto yn de stêd of it doarp ride? Ien fan de bern set in read streekje by 30 of 50 op 'e line. Hoe hurd mei in auto bûten de stêd of it doarp ride? In oar bern set in streekje by 80, 100 of 120.

De rest fan de middei binne der ferskillende aktiviteiten: lêze yn boekjes oer fytsen, auto's of treinen (boekehoeke); op in rûn stik papier in kilometerteller tekenje en de getallen derby skriuwe; in sin stimpelje oer de eigen fyts; in ferhaaltsje skriuwe oer de praatplaat 'Elk syn eigen taal' (taalhoeke); opdrachten meitsje by it tema 'Elk syn eigen taal'; piktogrammen betinke; in tekening meitsje fan in lange trein mei reklame derop.

Bern dy't problemen ha mei Frysk lêzen, oefenje op 'e kompjûter mei it Fryske lêsprogramma it haadstik mei oa.

Oan de ein fan de dei presintearje de bern de resultaten fan harren aktiviteiten.

Skoalle B
Groep 3 en 4
18 bern
Fleksibele ynset fan lêsmetoades

As de bern om healwei njoggenen yn it lokaal komme, geane se yn de rûnte sitten. It stoarmet en al gau komme de ferhalen los: oer in beam dy't omwaaid is, tûken op 'e dyk, in dak dat lekt, in auto dy't yn de feart riden is en in skip yn need.
Nei it koarte rûntepetear, betinke de bern mei elkoar in tekst. Om't it de Fryske wike is, komt de tekst yn it Frysk op it boerd:

De wyn is sterk.
It is in stoarm.
It dak is lek.
In tûke brekt.
De tûke falt op 'e dyk.
Wat komt dêr oan?
In auto.
Boem, yn it wetter.

De bern fan groep 4 krije de opdracht om in eigen ferhaal oer de stoarm te skriuwen. It begjint sa:

Ik rin yn de stoarm.
Wat sjoch ik?

Juf giet fierder mei groep 3. Sonja, dy't al lêze kin, lêst de tekst twa kear foar. De oare bern lêze de twadde kear mei. Wa sjocht wurden mei in e? Om dy wurden komt in rûntsje: lek, brekt, wetter; de letter e kriget in griene kleur. De wurden 'der' en 'dêr' wurde ek neamd. Juf en de bern sprekke dy wurden út. Is der ferskil? De letter e yn 'der' kriget in blauwe kleur; de letter ê yn 'dêr' kriget in reade kleur.
De bern betinke mear wurden mei e. Dêrnei meie se dy wurden stimpelje of mei de letters fan de letterdoaze lizze. Bern dy't al lêze kinne, meitsje in sin of ferhaaltsje mei e-wurden.

Juf lit in bern fan groep 4 syn ferhaaltsje foarlêze. Se skriuwt it op it boerd. De bern sykje út 'e beide ferhaaltsjes dy't no op it boerd steane, de wurden mei oa. De oa kriget in giele kleur. De bern sprekke de wurden mei oa út. Dêrnei lêst elk bern syn eigen ferhaaltsje foar. Sitte der wurden mei oa yn? Dy komme op it boerd. Binne der wurden by dy't de bern net begripe? Dy wurde besprutsen. De bern oefenje de oa fierder yn it lês- en wurkboek.

Nei it skoft krije de bern de fideobân fan it Fryske televyzjeprogramma 'Wat in ramp' te sjen. De bern wurde ferdield yn groepkes. Der binne plysje-, brânwacht- en ambulânse-groepkes. Elk groepke spilet in 'ramp' dy't by it groepke past.

Middeis ferkenne de bern yn deselde groepkes de praatplaat 'Wat in ramp'. Hoefolle

‘rampen’ steane op ’e plaat en watfoar rampen binne dat?
Elk groepke kriget de opdracht om in ynformatyf boekje te meitsjen oer in ‘ramp’. As de boekjes klear binne, folget de presintaasje.

Oan de ein fan de dei fertelt juf in ferhaal dat by it tema oanslút.

2.8.2 Taaldei neier besjoen

Yn de beskreaune dei fan de beide groepen spilet taal in sintrale rol:
- De learkrêft praat tsjin de bern, as se yn it lokaal komme.
- De bern fertelle har eigen ferhalen.
- De learkrêft reagearret op ’e ynbring fan ien of mear bern.
- De bern lêze Nederlânsk of Frysk.
- De bern lizze, stimpelje of skriuwe wurden, sinnen of in tekst.
- Yn en om it televyzjeprogramma hinne wurdt taal brûkt.
- De bern brûke taal by it dramatisearjen.
- De bern brûke taal by it presintearjen.
- De learkrêft fertelt in ferhaal.

Dizze aspekten kinne wy ûnderbringe yn de folgjende rubriken:

Domeinen
Alle fjouwer taaldomeinen komme yn de rin fan de dei oan de oarder. It *ferstean* as de bern nei de learkrêft en nei elkoar harkje: yn de petearen by it binnenkommen en yn de rûnte, by it harkjen nei de útlis en de ferhalen fan de learkrêft en by it sjen nei it televyzjeprogramma. It *praten* yn de eigen ferhalen, it reagearjen op ’e fragen fan de learkrêft, it dramatisearjen en it presintearjen. It *lêzen* yn de lêsles en by it sels lêzen fan boekjes. It *skriuwen* by it meitsjen fan wurden, sinnen of in tekst en it útwurkjen fan opdrachten yn it wurkboek.

Omgongs- en fiertaal
As de bern yn it lokaal komme, makket de learkrêft by de doar in praatsje mei har. Se praat, foar safier dat mooglik is, yn de eigen taal fan de bern. Dat neame wy omgongstaal. Dêrnei brûkt se de taal neffens it belied dat de skoalle fêststeld hat.
Yn skoalle A binne der twa útgongspunten. It earste hat te krijen mei de tiid: moarns is de fiertaal Nederlânsk en middeis Frysk. It twadde ferbynt de fiertaal mei de taal fan de metoade: is it in Nederlânsktalige metoade, dan is de fiertaal Nederlânsk, datselde jildt foar it Frysk. Dêrom skeakelet de learkrêft yn groep 4 oer op it Frysk, om’t de lêsmetoade dêr op dat stuit Frysk is.
Skoalle B hat as útgongspunt dat de fiertaal per wike wikselet: de iene wike is Nederlânsk de fiertaal, de oare wike Frysk.

Lêzen
Yn groep 3 komt it begjinnend lêzen oan de oarder. Yn skoalle A wurdt dêr in Nederlânske metoade foar brûkt, dy’t de learkrêft systematysk folget. Op de beskreaune dei stiet de ee fan feest sintraal.
Yn skoalle B slút de learkrêft oan by wat de bern sels ynbringe. De stoarm is de oanlieding foar in koarte tekst, dy’t op it boerd komt. Ien fan de ferhalen, dy’t de bern fan groep 4 skreaun ha, komt ek op it boerd. De learkrêft kiest út beide teksten sels in letter of kombinaasje fan letters, dêr’t mei oefene wurdt.

Wrâldoriïntaasje
De ynbring fan de bern is yn beide skoallen de oanlieding om de wrâld te ferkennen. Yn skoalle B stiet de hiele dei yn it teken fan stoarm en rampen: de lêsles, it skriuwen, it televyzjeprogramma, de ferwurking en it ferhaal fan de learkrêft. De skoalle hat in mediateek, dêr’t ek fideobannen mei televyzjeprogramma’s yn opnommen binne. De learkrêft siket út ’e

mediateek in programma dat oanslút by it tema ‘Stoarm/rampen’.
De learkrêft fan skoalle A slút ek oan by de ynbring fan de bern: it ferhaal oer de auto fan Peter is oanlieding foar it tellen mei ienheden en tsientallen en foar de fierdere aktiviteiten op dy middei. Fierder slút de learkrêft oan by de programmearring fan de skoalletelevyzje. Der is op dy dei in televyzjeprogramma ‘Elk syn eigen taal’ mei begeliedend materiaal. De bern sjogge nei it programma en dêrnei ferkenne se in praatplaat.

Differinsjaasje
Elk bern is ferskillend en brûkt syn eigen taal. Om’t it iene bern taalfeardiger is as it oare en de wurdskat ek ferskilt, sil elk syn eigen taalynbring ha. Dêrom kinne de bern in protte fan elkoar leare.
Elk bern ‘kiest’ syn eigen taal. Dat jildt as de bern in lêsboek útsykje of in tekst skriuwe. By it fertellen oer it boek en it foarlêzen fan de tekst, ha de bern dus ek wer in ferskillende (taal)ynbring.
De learkrêft slút oan by de eigen taal en ynbring fan it bern en past op dy wize differinsjaasje ta (adaptyf ûnderwiis). Mar yn it foarbyld fan skoalle A is ek noch in oare foarm fan differinsjaasje: in groepke bern dat problemen hat mei Frysk lêzen, oefenet op ’e kompjûter mei in Frysk lêsprogramma.

2.8.3 Begjinsituaasje

Yn haadstik 7 binne fjouwer taalsituaasjes ûnderskieden:
1. Skoallen mei meast Frysktalige bern (F).
2. Skoallen mei sawat likefolle Frysktalige as Nederlânsktalige bern, dus mei in mingdtalige befolking (FN).
3. Skoallen mei meast Nederlânsktalige bern (N).
4. Skoallen mei nei ferhâlding in protte allochtoane bern (NA).

As de bern út groep 2 yn groep 3 komme, sil de taalsituaasje meastal deselde wêze as oan it begjin fan de skoaltiid. Dochs kin troch in feroaring fan de skoalbefolking of in oare groepsgearstalling de taalferhâlding wizige wêze. Is dat it gefal, dan moat op ’e nij de taalsituaasje fan de skoalle of fan allinnich groep 3 fêststeld wurde. Mei oare wurden: de *taalkaart* wurdt bysteld. Op basis dêrfan besjocht it team wat yn it taalbelied fan de skoalle feroare wurde moat. Bygelyks by in ferskowing nei in mear Nederlânsktalige skoalbefolking, moat earst it mûnlinge taalgebrûk yn it Frysk goed oanleard wurde, foar’t it skriftlike part oan de oarder komt.

As de bern yn groep 3 komme, is der al in taalbasis lein. De bern kinne yn alle gefallen beide talen ferstean. Dat soe in betingst wêze moatte oan de ein fan groep 2. Fierder is it winsklik dat bern, foar’t se yn groep 3 komme, beide talen prate kinne. Ut ûndersyk hat nammentlik bliken dien dat it foar de bern it maklikst is om in twadde taal sa betiid mooglik aktyf oan te learen; dêrnei wurdt it folle dreger. Foar de Frysktalige bern is soks net in probleem, om’t se tsjintwurdich mei de moderne media faak ek yn in Nederlânsktalige kontekst libje. Nederlânsktalige bern hawwe it folle dreger om it Frysk praten oan te learen. Sy ferkeare meastal yn de kontekst fan har earste taal. Dêrom is it foar de twataligens fan de bern belangryk dat der in protte Frysktalige situaasjes yn de ûnderbou binne. Bygelyks troch it brûken fan it Frysk foar in part fan de tiid as fiertaal.

Wat de learkrêft oan it begjin fan groep 3 yn it foarste plak witte moat, is oft de bern de talen ferstean en prate kinne:
- Kinne alle bern Nederlânsk ferstean? Ek de allochtoane bern?
- Kinne alle bern Nederlânsk prate? Ek de allochtoane bern?
- Kinne alle bern Frysk ferstean? Ek de allochtoane bern?
- Kinne alle bern Frysk prate? Ek de Nederlânsktalige bern?

Taalkaart

1 Wat is de memmetaal fan de mem?

❒ Frysk
❒ Nederlânsk
❒ Kombinaasje
❒ Stedfrysk
❒ Oars: _____

2 Wat is de memmetaal fan de heit?

❒ Frysk
❒ Nederlânsk
❒ Kombinaasje
❒ Stedfrysk
❒ Oars: _____

3 Hokker taal brûkt de mem tsjin it bern?

❒ Frysk
❒ Nederlânsk
❒ Kombinaasje
❒ Stedfrysk
❒ Oars: _____

4 Hokker taal brûkt de heit tsjin it bern?

❒ Frysk
❒ Nederlânsk
❒ Kombinaasje
❒ Stedfrysk
❒ Oars: _____

5 Kin de mem Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe?

Ferstean	*Prate*	*Lêze*	*Skriuwe*
❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik
❒ Goed	❒ Goed	❒ Goed	❒ Goed
❒ Frij aardich	❒ Frij aardich	❒ Frij aardich	❒ Frij aardich
❒ Mei muoite	❒ Mei muoite	❒ Mei muoite	❒ Mei muoite
❒ Alhiel net	❒ Alhiel net	❒ Alhiel net	❒ Alhiel net

6 Kin de heit Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe?

Ferstean	*Prate*	*Lêze*	*Skriuwe*
❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik	❒ Hiel maklik
❒ Goed	❒ Goed	❒ Goed	❒ Goed
❒ Frij aardich	❒ Frij aardich	❒ Frij aardich	❒ Frij aardich
❒ Mei muoite	❒ Mei muoite	❒ Mei muoite	❒ Mei muoite
❒ Alhiel net	❒ Alhiel net	❒ Alhiel net	❒ Alhiel net

De skoalle kin de antwurden fan de ålders per groep gearfoegje yn de folgjende skema's:

	Memmetaal				Taal tsjin it bern brûkt			
	Memmen		Heiten		Memmen		Heiten	
	Tal	%	Tal	%	Tal	%	Tal	%
Frysk								
Nederlânsk								
Kombinaasje								
Stedfrysk								
Oars								

		Behearsking			
		Memmen		Heiten	
		Tal	%	Tal	%
Ferstean	Hiel maklik				
	Goed				
	Frij aardich				
	Mei muoite				
	Alhiel net				
Praten	Hiel maklik				
	Goed				
	Frij aardich				
	Mei muoite				
	Alhiel net				
Lêzen	Hiel maklik				
	Goed				
	Frij aardich				
	Mei muoite				
	Alhiel net				
Skriuwen	Hiel maklik				
	Goed				
	Frij aardich				
	Mei muoite				
	Alhiel net				

Dit is it algemiene byld fan de taalbehearsking fan de bern. Mar de learkrêft fan de beukerbou hat yn de rin fan de jierren mear bysûnderheden oer de bern sammele. Dat kin sy dien ha op de folgjende manieren:
- Sy hat de taal fan de bern geregeld observearre en de observaasjes fêstlein.
- Sy hat taaltoetsen ôfnommen, bygelyks in toets om de Fryske of Nederlânske wurdskat fan bern te bepalen.
Dy bysûnderheden, sammele troch observaasje en mei toetsen, neame wy de *learlingekaart*. Dy jout de learkrêft fan groep 2 troch oan har kollega fan groep 3.

Behalve dat it algemiene en bysûndere byld oangeande de taalbehearsking fan de bern as begjinsituaasje bekend binne, is der ek noch in oare begjinsituaasje. Dy hat te krijen mei wat der yn de beukerbou oan de oarder west hat. Dat is de begjinsituaasje oer it ûnderwiis: doelen, ynhâlden en wurkfoarmen. Wy neame dat de *ûnderwiiskaart.*

Wat de doelen oanbelanget, jout de learkrêft fan de beukerbou troch oft de bern:
- mei boeken omgean kinne (boekoriïntaasje);
- in ferhaal begripe kinne (ferhaalbegryp);
- witte wat skreaune taal ynhâldt (funksjes fan skreaune taal);
- it ferbân tusken sprutsen en skreaune taal witte (relaasje sprutsen en skreaune taal);
- de taal yn dielen opsplitse kinne (taalbewustwêzen);
- 'skriuwe' en 'lêze' kinne (funksjoneel 'skriuwe' en 'lêze').
Dat binne de tuskendoelen foar groep 1 en 2 (sjoch foar de detaillearre list de taheakke 'Tuskendoelen groep 1 o/m 2').

Wat de ynhâlden oanbelanget, jout de learkrêft fan de beukerbou troch wat oan de oarder west hat: tema's, begripen, ferskes en rymkes, (printe)boeken. Hat it team oer de ynhâlden fêste ôfspraken makke en dy fêstlein yn in taalplan, dan kin de learkrêft fan groep 3 de begjinsituaasje ôfliede út it taalplan.
Datselde jildt foar de wurkfoarmen. De learkrêft fan groep 3 kin yn it taalplan lêze hokker ôfspraken foar de beukers makke binne oer:
- it hâlden fan petearen;
- it brûken fan poppekast en fertelkastke;
- it tapassen fan de rappegaai-metoade;
- ferskes en rymkes;
- beukergymnastyk en bewegingsspultsjes;
- it boartsjen en wurkjen yn hoeken;
- it sjen nei de skoalleradio en -televyzje.

Op basis fan de (wizige) taalkaart, de learlingekaart en de ûnderwiiskaart, kin de learkrêft fan groep 3 taalûnderwiis jaan dat goed oanslút by de bern.

2.8.4 Doelen

De learkrêft fan groep 3 is bekend mei de begjinsituaasje fan de bern: taal-, learlinge- en ûnderwiiskaart (sjoch paragraaf 8.3.). Dat is de start fan de groep. De learkrêft wit ek hokker (kearn)doelen oan de ein fan de basisskoalle jilde. Dat is de finish. Dêrtusken leit de learrûte fan groep 3 oant en mei groep 8.
De rûte dy't de learkrêft fan groep 3 mei de bern ôfleit, is lykwols net langer as in jier. As it in kombinaasjegroep 3/4 is, giet de learkrêft yn prinsipe twa jier mei de groep mei. Oan de ein fan elk jier is in tuskenfinish.

De globale doelen dy't yn prinsipe oan de ein fan groep 4 jilde:
* De bern kinne beide talen ferstean.
* De bern kinne yn beide talen meidwaan oan in petear.
* De bern kinne yn beide talen in ienfâldige tekst lêze.

* De bern kinne yn beide talen in ienfâldige tekst skriuwe.

Daliks moat sein wurde dat dizze doelen net troch alle bern helle wurde. It berikken fan de doelen is ôfhinklik fan de taalachtergrûn en taalkapasiteit fan de bern. Boppedat spilet de taalsituaasje om skoalle hinne in rol. Sjoch fierder by differinsjaasje (paragraaf 8.5.).

It 'Expertisecentrum Nederlands' hat foar de earste trije jier fan de basisskoalle 'Tussendoelen beginnende geletterdheid' fêststeld (sjoch ek haadstik 7.3.). Hoewol't net dúdlik oanjûn is hokker tuskendoelen jilde foar groep 1, 2 of 3 apart, kinne wy de doelen foar groep 3 wol sa om en de by bepale:
- De bern moatte it alfabetyske prinsipe oanleare, wat sizze wol dat sy lûden mei letters ferbine kinne.
- De bern moatte de elemintêre lês- en skriuwhanneling oanleare, wat sizze wol dat sy letters ferbine kinne ta wurden.
- De bern moatte de elemintêre lês- en skriuwhanneling automatisearje, wat sizze wol dat sy de wurden as ien gehiel lêze en skriuwe kinne.
- De bern moatte begripe kinne wat sy lêze en skriuwe.

It 'Expertisecentrum Nederlands' hat gjin rekken holden mei de situaasje yn Fryslân. Dêrom binne de tuskendoelen foar skriftlik taalgebrûk yn prinsipe bedoeld foar it Nederlânsk. Mar sy kinne likegoed foar it Frysk jilde. Der binne dus eins twa rûtes nei de doelen: de Fryske rûte en de Nederlânske. Beide rûtes binne yn Fryslân fan belang. Mar it is wol ôfhinklik fan de passazjiers hoe yntinsyf de Fryske rûte beriden wurde sil. En dêrmei binne wy wer by it tapassen fan differinsjaasje (sjoch paragraaf 8.5.).

2.8.5 Differinsjaasje

2.8.5.1 Ynlieding

Bern ferskille wat taal oanbelanget. Dy ferskillen ha te krijen mei taalachtergrûn en taalkapasiteit.
Under taalachtergrûn fersteane wy de taal dy't it bern fan hûs út praat: it iene bern hat Frysk of in streektaal as memmetaal, it oare Nederlânsk en in tredde bern in allochtoane taal. Taalkapasiteit hat te krijen mei it ynsjoch fan it bern yn taal (taalpotinsje) en wat it bern yn de rin fan de tiid oangeande taal leard hat (taalfeardigens). Taalpotinsje is itselde as oanlis foar taal hawwe. Taalfeardigens wurdt opboud nei oanlieding fan in learproses.

2.8.5.2 Ferskillen yn taalachtergrûn

Meastal sitte yn de groep bern mei in ferskillende taalachtergrûn: fan hûs út Frysktalige, Nederlânsktalige bern en faak ek noch bern mei in allochtoane taal. Wy soene der ferkeard oan dwaan, as foar al dy bern deselde doelen foar it ûnderwiis yn it Frysk jilde soene. Sa soene de Fryske bern oan de krapperein komme, as allinnich de doelen fan it ferstean en lêzen omtinken krigen. Fan de oarstalige bern yn groep 3 en 4 soe tefolle frege wurde, as sy it doel fan it Fryske skriuwen helje moasten. De oplossing foar dit probleem is differinsjaasje.

By it stellen fan doelen spilet noch in oare faktor mei. Dat is de taalsituaasje yn en om de skoalle. Wy neame dat de taalkontekst fan de skoalle. It hinget nammentlik ek fan dy kontekst ôf hokker doelen de bern helje kinne. Sit bygelyks in Nederlânsktalich bern op in skoalle dêr't de omgongstaal Frysk is, dan sil dat bern it Frysk gauwer oppakke. De latte foar it Frysk kin dus foar him heger lizze as op in skoalle mei in Nederlânsktalige kontekst. Dêr sille de doelen foar it Frysk yn groep 3 en 4 har beheine ta it ferstean en lêzen.

Yn haadstik 7.3. ha wy de metafoar fan de fjouwer bussen brûkt. Dêrby waard ûnderskied makke tusken:

- de Fryske bus (F): skoallen mei meast Frysktalige bern;
- de Frysk-Nederlânske bus (FN): skoallen mei in mingdtalige befolking;
- de Nederlânske bus (N): skoallen mei meast Nederlânsktalige bern;
- de Nederlânske A-bus (NA): skoallen mei nei ferhâlding in protte allochtoane bern.

De fjouwer bussen ride twa rûtes: de Fryske en de Nederlânske rûte. Mei oare wurden: yn alle fjouwer situaasjes is ûnderwiis yn it Frysk en it Nederlânsk regel. Mar de Fryske en Nederlânske rûtes binne foar de bussen net like lang. Foar elke bus jildt dus in bepaalde reisgids.
Wy rjochtsje ús by it beriden fan de beide rûtes op de fiertalen en it lêzen/skriuwen.

De Fryske bus
Om te berikken dat de bern sa goed mooglik Frysk en Nederlânsk ferstean en prate kinne, wurde beide talen as fiertaal brûkt. Dat fynt plak yn deselde ferhâlding, bygelyks de moarns Nederlânsk, de middeis Frysk. De fiertaal kin lykwols ek per dei of wike wikselje. Of by in duo-baan is der in Fryske en in Nederlânske learkrêft. Wat de fiertaal oanbelanget, binne de beide rûtes lykweardich.
Om't de measte bern Frysktalich binne, kin de skoalle derfoar kieze om it begjinnend lêzen en skriuwen yn it Frysk oan te learen. Nei't de bern de elemintêre lêshanneling yn it Frysk goed behearskje, komt it lêzen yn it Nederlânsk derby. By it begjinnend lêzen en skriuwen folget de Fryske bus dus earst de Fryske rûte, dêrnei komt de Nederlânske rûte derby.

Der binne ek skoallen dy't it begjinnend lêzen en skriuwen tagelyk yn beide talen oanleare. Yn dat gefal rinne de beide rûtes parallel.

De Frysk-Nederlânske bus
Mei it doel foar eagen dat sawol Frysktalige as Nederlânsktalige bern beide talen sa goed mooglik ferstean en prate kinne, soe hjir ek it fiertaalmodel fan de Fryske bus jilde moatte. Mar yn in mingdtalige bus doart in skoalteam it faak net oan om beide fiertalen yn deselde ferhâlding te brûken. It argumint is meastal dat de âlders dêr net foar binne. Om dochs it doel te heljen dat alle bern sa goed mooglik Frysk ferstean en prate kinne, kin de fiertaal net folslein Nederlânsk wêze. Elke skoalle moat in fiertaalferdieling kieze op basis fan eigen mooglikheden. Bygelysk 90 prosint fan de tiid Nederlânsk en 10 prosint Frysk of 80/20, 70/30, 60/40. De Frysk-Nederlânske bus sil, wat de fiertaal oanbelanget, it meast op 'e Nederlânske rûte ride.
By in mingdtalige skoalbefolking is it begjinnend lêzen en skriuwen sawat altyd yn it Nederlânsk. As de bern de elemintêre lêshanneling yn it Nederlânsk goed behearskje, komt it lêzen yn it Frysk derby. By it begjinnend lêzen en skriuwen folget de Frysk-Nederlânske bus dus earst de Nederlânske rûte, dêrnei komt de Fryske rûte derby.

De Nederlânske bus
By in meast Nederlânsktalige skoalbefolking wurdt faak as doel steld dat de bern it Nederlânsk sawol passyf as aktyf goed behearskje moatte. It doel foar it Frysk is beheinder: de bern moatte it Frysk ferstean. De praktyk is dan dat de fiertaal folslein Nederlânsk is. Sels mei it beheinde doel foar it Frysk - allinnich ferstean - soe it derfoar pleitsje om ek Frysk as fiertaal te brûken, bygelyks yn 10 prosint fan de tiid. It soe ek de muoite wurdich wêze om te besykjen de Nederlânsktalige bern te learen har yn it Frysk út te drukken. Al is it mar op in hiel ienfâldich nivo.
Wat it begjinnend lêzen en skriuwen oanbelanget, is itselde model fan tapassing as by de mingdtalige skoalbefolking. Dus earst de Nederlânske rûte, dêrnei komt de Fryske lêsrûte derby; de Fryske skriuwrûte bliuwt meastal bûten byld.

De Nederlânske A-bus
By in skoalbefolking mei in protte allochtoane bern is it behearskjen fan it Nederlânsk it earste doel. De praktyk is dat de learkrêft Nederlânsk as fiertaal brûkt. It Frysk (as fak) hat as

doel dat de bern leare om it Frysk te ferstean. De Nederlânske A-bus rydt dus op ’e Nederlânske rûte mei ien kear yn de wike in Frysk sydpaadsje.
Wat it begjinnend lêzen en skriuwen oanbelanget, is itselde model fan tapassing as by de mingdtalige skoalbefolking. Dus earst de Nederlânske rûte, dêrnei komt de Fryske lêsrûte derby; de Fryske skriuwrûte bliuwt meastal bûten byld.

De passazjiers yn elke bus hawwe net allegearre deselde memmetaal. Dus moat de learkrêft rekken hâlde mei bern dy’t in oare memmetaal ha as de namme fan de bus oanjout. Bygelyks in Frysktalich bern yn de Nederlânske A-bus kin foar it Frysk hegere doelen berikke. Mei oare wurden: de learkrêft moat oanslute by de taalsituaasje fan yndividuele bern. Foar dy bern kin it nedich wêze om aparte rûtes út te stippeljen.

2.8.5.3 Ferskillen yn taalkapasiteit

De taalkapasiteit fan in bern hinget ôf fan syn oanlis foar taal (taalpotinsje) en fan wat it yn de rin fan de tiid leard hat oangeande taal (taalfeardigens). Hoe grutter de taalpotinsje fan in bern hoe grutter de kâns dat it in goede taalfeardigens opbout. Sa’n bern wurdt taalsterk. Bern mei in lytse taalpotinsje hawwe minder kânsen op taalgebiet. As de taalfeardigens sterk achterbliuwt, is der sprake fan in taalswak bern.

De skoalle moat behalve mei de taalachtergrûn fan de bern, ek rekken hâlde mei har taalkapasiteit. Taalsterke bern kinne op ’e beide taalrûtes flugger reizgje en mear meimeitsje as taalswakke bern. Wy kinne it ek sa sizze: de learwegen fan de bern ferskille, as rekken holden wurdt mei har taalkapasiteit.

Der binne foar de taalsterke bern rûchwei trije mooglikheden:
* Taalsterke bern dogge yn de taalles ‘gewoan’ mei. De learkrêft soarget derfoar dat sy by de mienskiplike (mûnlinge) aktiviteiten ekstra útdagings krije. Dat kin bygelyks troch har te stimulearjen om oer taal nei te tinken (taalskôging). In oare mooglikheid is om ekstra easken te stellen oan it leverjen fan taalprodukten en de presintaasje dêrfan.
By dy differinsjaasjefoarm is eins gjin sprake fan in oare learwei. Wy hawwe hjir te krijen mei in natuerlike differinsjaasje.
* Taalsterke bern dogge mei oan de mienskiplike (mûnlinge) aktiviteiten. By de (skriftlike) ferwurking krije sy opdrachten dy’t op in heger nivo lizze. By dizze differinsjaasjefoarm is foar in part fan de rûte sprake fan in oare learwei.
* Taalsterke bern folgje in eigen programma. Bern dy’t bygelyks oan it begjin fan groep 3 al lêze kinne, hoege it lêsproses fan de groep net mei te meitsjen. Sy hawwe in alternatyf programma mei boeken op in heger nivo, dêr’t ek opdrachten oan ferbûn binne. By dizze differinsjaasjefoarm is sprake fan in folslein oare learwei.

De trije differinsjaasjefoarmen jilde ek foar taalswakke bern:
* Natuerlike differinsjaasje yn de les troch bygelyks it stellen fan fragen op it nivo fan taalswakke bern.
* Foar in part in oare learwei: opdrachten op it nivo fan taakswakke bern.
* In folslein oare learwei: in alternatyf programma foar taalswakke bern.

As de learkrêft foar taalsterke en taalswakke bern foar oare learwegen kiest, is in gaadlike bagaazje foar ûnderweis nedich. Mei oare wurden: oare learwegen freegje om oanpaste ynhâlden. Dy ynhâlden binne te finen yn besteande Fryske en Nederlânske metoaden. De hantliedings jouwe dêr útslútsel oer.

Der binne taalswakke bern dy’t yn groep 3 (en 4) grutte problemen ha mei it oanlearen fan twa ferskillende skriftlike taalsystemen, it Fryske en it Nederlânske. Foar harren kin it folgjende jilde:

1. Bern kinne it lêzen leare yn it Frysk en it Nederlânsk. It hinget fan de memmetaal fan it bern ôf yn hokker taal dat it bêste kin: Frysk foar Fryske en Nederlânsk foar Nederlânske bern. Om praktyske redenen wurdt faak keazen foar it Nederlânsk.

2. Taalswakke bern folgje yn prinsipe itselde begjinnend lêsprogramma as de oare bern. Dat jildt ek foar allochtoane bern.

3. As de bern lêzen leare yn it Nederlânsk, leare se letter Frysk lêzen. Dat is gjin probleem foar de measte bern. Taalswakke bern dy't noch problemen ha mei de elemintêre lêshanneling, kinne de earste faze fan it Fryske lêzen wol folgje. Komme de spesifyk Fryske lûden en letters oan de oarder, dan wurdt per bern besjoen oft it wol gaadlik is om it lêzen yn it Frysk fuort te setten. Dat jildt ek foar allochtoane bern.

4. As de bern it lêzen yn it Nederlânsk leare, is it begjinnend skriuwen ek yn dy taal. Dêr dogge alle bern yn prinsipe oan mei. Tagelyk mei it Fryske lêzen (yn de twadde helte fan groep 3 of yn groep 4) set it begjinnend skriuwen yn dy taal útein.
Taalswakke bern dy't problemen ha mei it skriuwen fan it Nederlânsk, leare foarearst net Frysk te skriuwen. Besjoen wurdt wannear't foar taalswakke bern it Fryske skriuwen it bêst útein sette kin. Foar dy bern kin in systematyske staveringsoanpak foar it Frysk yn de boppebou gaadlik wêze. Dat jildt ek foar allochtoane bern.

2.8.6 Transfer

As wy it yn it beropsfuotbal oer transfer ha, dan wurdt bedoeld it oergean fan in spiler fan de iene nei de oare klub. De spiler kin nei de oerdracht syn feardichheden yn praktyk bringe by de nije klub. Wy kinne transfer yn bredere sin dus omskriuwe as de oerdracht fan feardichheden.
Om by de balfeardichheid te bliuwen: as in bern de technyk fan it goaien mei in lytse bal te pakken hat, kin it dy technyk ek tapasse by it goaien mei in grutte bal. Der hat dus oerdracht fan de feardichheid plak fûn fan de lytse nei de grutte bal.

Tranfer is ek in begryp by taal wurden. As de bern yn groep 3 lêzen leare, dan kinne sy de oanlearde wurden mei de letters fan de letterdoaze lizze. De bern kinne dy wurden ek opskriuwe. Sy hawwe in wurdbyld krigen. As de bern letter in ferhaaltsje skriuwe, kinne sy dy oanlearde wurden brûke. Der hat dus transfer fan in feardichheid plak fûn: de feardichheid fan it lizzen of skriuwen fan wurden wurdt tapast by it skriuwen fan in ferhaaltsje.

By it foarbyld fan it skriuwen fan in ferhaaltsje is sprake fan ien en deselde taal. Mar der is ek transfer tusken de talen. Dan giet it om de algemiene feardichheden dy't foar mear talen jilde. Bygelyks it ferbinen fan letters ta wurden by it lêzen. As in bern dat yn it Frysk kin, dan slagget dat ek yn it Nederlânsk. Der is dus sprake fan transfer.

As it Frysk en Nederlânsk yn groep 3 en 4 goed oan de oarder komme, is dat allinnich mar winst: bern leare twa talen. Dat soks net op kosten giet fan ien fan dy talen, is û.o. in gefolch fan it prinsipe fan de transfer. De algemiene taalfeardichheden jilde sawol foar it Frysk as it Nederlânsk. Sa wurdt tiidwinst makke.

Wy neame in pear foarbylden fan transfer yn groep 3 en 4:

1. Bern moatte leare om goed te harkjen yn beide talen. Om de harkhâlding te stimulearjen, kin de learkrêft de harkkaart ynsette, dy't jildt foar beide talen (sjoch paragraaf 8.12.).

2. It harkjen nei ferhalen kin ferbettere wurde mei de harkstrategyen fan it foarútsjen en de foarkennis (sjoch paragraaf 8.12.). De bern kinne deselde harkstrategyen tapasse yn beide talen.

3. By de kommunikaasje tusken minsken jilde bepaalde patroanen, bygelyks op in fraach folget in antwurd, by in diskusje wurde mieningen jûn. De kommunikaasjepatroanen kinne fan de iene taal op ’e oare oerdroegen wurde.

4. As de bern yn groep 3 it lêzen leard ha yn it Nederlânsk, kinne se dy feardichheid ek tapasse op Fryske teksten (sjoch paragraaf 8.9.).

5. Foar it begripend lêzen wurde lêsstrategyen ynset (sjoch paragraaf 8.12.). De bern kinne de lêsstrategyen tapasse yn beide talen.

6. As de bern leard ha om in eigen tekst te skriuwen, dan kinne se dy feardichheid yn beide talen yn praktyk bringe.

2.8.7 Sichtberens fan de taal

Skreaune taal fine wy oeral om ús hinne. Yn in winkelstrjitte spatte de reklameboadskippen jin temjitte. Fierder sjogge wy yn in supermerk opskriften en oanbiedings en yn wachtkeamers posters dêr’t ynformaasje op te lêzen is. Skriftlike taal is oeral om ús hinne, wy kinne der net sûnder om goed ynformearre te wêzen. Nêst it Nederlânsk komt it Frysk ek foar, bygelyks op plaknammebuorden en yn de reklame.
Op skoalle moat de taal sa sichtber wêze dat bern dêr net omhinne kinne. Dy sichtberens hat ta doel bern yn oanrekking te bringen mei taal om se dêrtroch ta lêzen en skriuwen oan te setten.

De taal kin û.o. sichtber makke wurde troch:
- in Ik-boek mei in foto op it omslach;
- in alfabet-poster;
- in alfabet-muorre;
- in oanplakbiljet foar in tentoanstelling/wedstriid/kuierrûte;
- in desimberkalinder;
- in poster mei in rymke;
- in poster oer in boek;
- in stripferhaal foar in muorrekrante;
- in waarkalinder mei symboalen en wurden;
- twatalige etikettearkaartsjes, bygelyks: doar - deur, flier - vloer.

2.8.8 Wurdskatûnderwiis

2.8.8.1 Ynlieding

Yn it ûnderwiis wurdt de hiele dei troch taal brûkt. De boustiennen fan de taal binne wurden. Om de lessen te begripen, moatte de bern de betsjutting fan de wurden kenne. Dat is it passive aspekt fan de wurdkennis. As de bern de wurden sels brûke kinne, is sprake fan aktive wurdkennis.

Foar it jier 2000 waard meastal allinnich omtinken oan wurdkennis jûn by it taalûnderwiis. By elk tema kaam in tal nije wurden oan de oarder, dy't de learkrêft mei de bern oefene. Dêr wie net in spesifike didaktyk foar. Benammen bern dy't in taalachterstân hiene, moasten sa gau mooglik wurden oanleare. Sy krigen (ekstra) opdrachten. De ferwachting wie dat se sa de achterstân yn wurdkennis ynhellen.
Op dy wize bliuwt it oanlearen fan wurdskat beheind ta it taalûnderwiis. Mar by de oare fakken komme ek nije wurden oan de oarder. It is nedich dat de learkrêften in didaktyk foar it oanlearen fan wurdskat brûke, dy't tapasber is yn it hiele ûnderwiis.

2.8.8.2 Doelen

De wurdskatdidaktyk, dy't yn dizze paragraaf oan de oarder komt, liedt ta trije doelen:
* De bern kinne de lessen better folgje, om't se de betsjutting fan de wurden leard ha.
* De bern kinne de stof, dy't yn de oanlearde wurden ferpakt sit, better begripe.
* De bern kinne, mei de wurden dy't se leard ha, har tinkprosessen en ideeën better uterje.

Sa is wurdkennis belangryk foar it opnimmen fan de learstof en foar it werjaan fan wat oanleard is. Bern dy't dy beide kanten fan it learen behearskje, helje goede resultaten.

De didaktyk fan Comenius

Wurdskatútwreiding is net nij. De Tsjechyske pedagooch Jan Amos Comenius ûntwikkele al in metoade om de bern wurden oan te learen, de Orbis Pictus. Yn it foarwurd oan de lêzer stiet:
'Ziehier, een nieuw hulpmiddel voor de scholen! De uitbeelding en benoeming van alle fundamentele zaken in de wereld en alle bezigheden in het leven. Opdat u deze leergang, lieve onderwijzers, zonder moeite met uw leerlingen zou doornemen, leg ik in het kort uit wat voor goeds ervan verwacht kan worden.
Het boekje is, zoals u ziet, niet groot, maar bevat een bondige samenvatting van de hele wereld en al het wezenlijke uit de hele taal, het staat vol afbeeldingen, benamingen en beschrijvingen.
1. De prenten bieden afbeeldingen van alle zichtbare dingen (en daarbij worden ook onzichtbare dingen vermeld) van de hele wereld…
2. Als benamingen zijn boven elke prent opschriften oftewel titels opgenomen, die de hele inhoud in een samenvattend woord uitdrukken.
3. De beschrijvingen bieden een uitleg van de dingen op de prent, ze worden met de bijbehorende woorden uitgedrukt zodat bij elk voorwerp op de prent en bij het woord in de tekst hetzelfde nummer is gevoegd om aan te duiden wat bij elkaar hoort.

It gie Comenius dus net allinnich om taal. Hy joech in byld fan aspekten fan de wrâld en ferbûn dat byld mei beskriuwings en wurden. Wrâldoriïntaasje en taal hiene by him in wêzentlike relaasje.

The hunting-man[1] hunts wild beasts besetting the wood with nets[2] stretched on forked shores[3].
The dog (tracker)[4] traces the wild beasts and finds them out by his scent; the greyhound[5] pursues them.
The wolf falls into a pit[6], the stag[7] as he runs away into toils[8].
The boar is hit with a hunting-spear[9].
The bear[10] is attacked by the dogs; he is usually knocked dead with a club[11].
If anything gets away, as here a hare and a fox, it escapes[12].

Een jager[1] jaagt op wild waarbij hij het bos omsingelt met netten[2] gespannen op vorken[3]. De hond[4] (speurhond) volgt het spoor van het wild of snuift hun geur in de lucht, de windhond[5] jaagt het op.
De wolf valt in een kuil[6]; het vluchtende edelhert[7] valt in een valkuil.
Het wilde zwijn[8] wordt geraakt door een speer[9].
Op een beer[10] storten zich de honden en hij wordt gedood met een knots[11].
Als iets wegvlucht, ontsnapt[12] het, zoals hier de haas en de vos.

2.8.8.3 De didaktyk fan wurdskatûnderwiis

Wurdskatûnderwiis begjint al yn groep 1 fan de basisskoalle of better sein: al yn de foarskoalske perioade. Bern leare nije wurden út 'e ferhalen fan de learkrêft, it foarlêzen fan printeboeken, it boartsjen yn de hoeken, ensafuorthinne. It oanlearen fan wurdskat kriget in ekstra stimulâns, as de bern letter it lêzen leare. Dan komme se yn de boeken ek nije wurden tsjin. Wurden út it wrâldoriïntaasje-ûnderwiis of de saakfakken spylje yn de midden- en boppebou in grutte rol.
It oanlearen fan wurdskat freget, lykas bygelyks it rekken- of lêsûnderwiis, in bepaalde oanpak. Dy oanpak of didaktyk makket de kâns folle grutter dat de bern de wurden sa goed mooglik oppakke en fêsthâlde. De wurdskatdidaktyk giet út fan de folgjende fragen:
- Hoe kies ik de wurden út? Dat is de fraach nei de seleksje.
- Hoe kin ik de bern derby belûke? Dat is de fraach nei de foarbewurking.
- Hoe kin ik de betsjutting fan de wurden oanleare? Dat is de fraach nei de semantisearring.
- Hoe kin ik derfoar soargje dat de bern de wurden fêsthâlde? Dat is de fraach nei de konsolidearring.
- Hoe kin ik neigean oft de bern de wurden kenne? Dat is de fraach nei de kontrôle.

Seleksje
De bern hearre per dei tûzenen wurden. De measte wurden binne har bekend. Mar der komme ek in protte nije wurden nei foaren: út 'e ferhalen fan de bern, út it lêsboek, it nijs, ensafuorthinne.

Dêrom is de earste basisregel foar de seleksje: kies dy wurden dy't sa troch de dei hinne oan de oarder komme. De twadde regel is like logysk: kies dy wurden dy't de bern noch net kenne, mar wol oanleare moatte. Wurden dy't wol bekend binne, hoege gjin útlis mear.
De tredde regel komt fuort út 'e direkte praktyk, it praktyske ynsicht fan de learkrêft: de kar fan wurden dy't faak foarkomme, dy't nuttich binne om't se ek yn oare lessen brûkt wurde en wurden dy't by in bepaalde gelegenheid nei foaren komme. As in bern bygelyks mei in ôfplakt each op skoalle komt en fertelt dat it by de eachdokter west hat, dan biedt de gelegenheid de mooglikheid om it wurd 'eachdokter' oan te learen.
De fjirde regel seit: kies net ien wurd, mar bou in netwurk fan wurden op. By it netwurk om eachdokter hinne hearre bygelyks de wurden: sikehûs, wachtkeamer, sprekkeamer, ynstrumint mei ljochtsje, eachdrippen.

Foarbewurking
Soms ropt de situaasje de motivaasje fan de bern al op om wurden oan te learen. Bygelyks it eachlapke fan it bern dat nei de eachdokter west hat. Mar meastal sil de learkrêft de foarbewurking sels stal jaan moatte. Hy bringt de bern yn in situaasje dêr't har belangstelling yn oproppen wurdt. By it oanlearen fan it wurd 'oerstreaming' set er bygelyks de kraan iepen en docht de stoppe yn de iepening fan de waskbak.

Semantisearring
De bedoeling is dat bern de betsjutting fan wurden oanleare. Dat is de faze fan de semantisearring. It oanlearen fan de betsjutting kin op trije manieren: it útbyldzjen, it útlizzen en it útwreidzjen.
By it útbyldzjen giet it om it sichtber meitsjen fan de betsjutting. Bygelyks it sjen litten fan in fleske mei eachdrippen of it sabeare jaan fan in pear drippen yn it each. It útbyldzjen is by de semantisearring it meast konkreet.

De netwurken kinne ferskillend fan foarm wêze:

Wurdspin



Wurdparasjute

Wurdkast

simmer	winter
waarm	kâld
wetter	iis
swimme	ride
lange dagen	koarte dagen

Wurdtrep



By it útlizzen wurde wurden brûkt. De learkrêft seit nei oanlieding fan it wurd ‘wachtkeamer’ bygelyks: ‘Ik rûn troch de gong fan it sikehûs. Dêr seach ik it wurd ‘wachtkeamer’. Der stiene allegearre stuollen. Op guon stuollen sieten minsken. Dy sieten te wachtsjen yn de wachtkeamer. Ik gie ek sitten, want ik wie noch lang net oan de beurt. Ik moast ek wachtsje yn de wachtkeamer.’
By it útwreidzjen wurde der ek oare wurden meinommen yn de útlis. Bygelyks nei oanlieding fan it wurd ‘wachtkeamer’: stuollen, kapstôk, tydskriften. Sa ûntsteane netwurken fan wurden.

Konsolidearring
As de bern de betsjutting fan de wurden oanleard ha, moatte se dy ek fêsthâlde of konsolidearje. Ien kear in wurd útbyldzje of útlizze is dus net genôch. De bern sille de wurden noch geregeld oefenje moatte. Dat kin op in boartlike manier mei bygelyks taalspultsjes: in wurd riede op basis fan in omskriuwing, it útbyldzjen fan wurden, in tekening yn de loft meitsje fan in bepaald wurd, ensafuorthinne.
De bern ûnthâlde de wurden better, as se sichtber yn it lokaal oanwêzich binne, bygelyks op in wurdmuorre.

Kontrolearje
De learkrêft hat twa manieren om te krontrolearjen oft de bern de betsjutting fan de wurden noch witte: de natuerlike en de opsetlike manier.
By de natuerlike manier heint er sa troch de dei hinne mei eagen en earen op oft de bern de betsjutting noch witte (passyf) en de wurden goed brûke (aktyf).
By de opsetlike manier stelt er fragen of jout er de bern opdrachten. Soks kin, lykas by de konsolidaasje, op in boartlike manier.

2.8.8.4 Wurdskatûnderwiis yn it Frysk en it Nederlânsk

Elke taal hat in eigen wurdskat. Yn wurdboeken is de wurdskat fan in bepaalde taal opnommen en omskreaun. Der binne ek boeken mei siswizen en sprekwurden. De kearnwurden yn in siswize of sprekwurd binne dêr yn oerdrachtlike sin brûkt: sy wurde oerdroegen nei in oare situaasje en krije dêr in bepaalde betsjutting. By it sprekwurd ‘yn de put sitte’ betsjut put net in djip gat yn de grûn, mar kriget it wurd in figuerlike lading: mismoedich wêze.
Al dy letterlike en figuerlike betsjuttings fan wurden falle ûnder de wurdskat fan in taal.

Yn Fryslân hawwe de bern fan de basisskoalle yn earste ynstânsje te krijen mei twa talen: it Frysk en it Nederlânsk (letter komt dêr it Ingelsk noch by). It is nedich dat se de wurdskat fan dy talen oanleare. De bern mei Frysk as memmetaal leare foar de basisskoalletiid al in protte wurden yn beide talen. Sy komme nammentlik yn en bûten hûs ek al yn oanrekking mei it Nederlânsk. Troch de media yn de húshâlding, foaral de televyzje, en de sosjale kontakten bûten de doar, foaral mei freontsjes, leare de bern yn in ier stadium al in protte Nederlânske wurden. By de measte bern mei Nederlânsk as memmetaal lizze de kaarten oars. Foaral yn de stêden en gruttere plakken komme dy bern folle minder yn oanrekking mei it Frysk. Sy bouwe dus foar har fjirde jier amper in Fryske wurdskat op. De skoalle hat rekken te hâlden mei dy ferskillen.

De taak fan de basisskoalle is om, útgeand fan de begjinsituaasje fan de bern, de wurdskat yn beide talen fierder út te bouwen. Dat kin op twa manieren:

* Troch it skieden brûken fan de talen
Learkrêft en bern prate op bepaalde tiden Frysk en op oare tiden Nederlânsk. Sa leare de bern op in natuerlike wize en opsetlik (mei de wurdskatdidaktyk) wurden yn in bepaalde taal oan. Foar de ûnderbou fan de basisskoalle hat dizze manier de foarkar.

* Troch it ferlykjen fan de talen
Bern wurde har yn de rin fan de tiid bewust fan de oerienkomsten en ferskillen tusken it Frysk en it Nederlânsk. In tal wurden is yn beide talen gelyk, oare ferskille. Troch it brûken fan in twatalich wurdboek -Frysk/Nederlânsk en Nederlânsk/Frysk - wurde bern har better bewust fan de oerienkomsten en ferskillen. Foar de boppebou kin, nêst it skieden brûken fan de talen, it ferlykjen ek in manier wêze om yn beide talen wurdskat op te bouwen.

2.8.9 Begjinnend lêzen

It lêzen is ien fan de basisfeardichheden dy't in bern yn groep 3 leart. It is tagelyk de basis om fierder te learen. Ommers by oare fak- en foarmingsgebieten sil hieltyd mear in berop dien wurde op 'e lêsfeardichheid. Dêrby giet it net allinnich om technysk lêzen, mar foaral ek om begripend lêzen.

2.8.9.1 It tariedend lêzen

Foar't yn groep 3 mei it begjinnnend lêzen útein set wurdt, is der yn groep 1 en 2 al it ien en oar dien oan tariedend lêzen. De bern hawwe boarte mei rymwurden en stêfrym, binne foarlêzen, hawwe mei boeken wurke, stimpele, kinne bygelyks de earste letter fan har namme herkenne, ensafuorthinne. Mei oare wurden: se hawwe al ûntdutsen wat de funksje fan in skreaune tekst is. De ûnderfining en kennis dy't de bern yn groep 1 en 2 opdien hawwe, is de basis foar it lêzen learen yn groep 3 (sjoch haadstik 7.4.).

2.8.9.2 Lêzen leare yn in twatalige situaasje

Elke skoalle makket de kar yn hokker taal de bern it lêzen oanleare. Yn fierwei de measte gefallen is dat it Nederlânsk. In inkele kear bart it yn beide talen tagelyk. Dat giet dan meastentiids sa dat de iene kear in Fryske en de oare kear in Nederlânske tekst behannele wurdt.

By it begjin fan it lêsproses giet it der foaral om dat de bern de technyk fan it lêzen ûnder de knibbel krije, mei oare wurden: sy moatte de elemintêre lêshanneling behearskje. It giet lykwols net allinnich om de lêstechnyk, de bern moatte fan it begjin ôf de wurden en tekst ek begripe.
Hoe liniger it learproses plak fynt hoe mear motivearre de bern binne om sels te lêzen. De elemintêre lêshanneling sette wy yn in skema del.

Skema elemintêre lêshanneling

lêsrjochting	fisuele analyze	fonemen yn folchoarder ûnthâlde	fisuele synteze	betsjutting
	foneem-grafeem keppeling			
	auditive analyze		auditive synteze	

Lêsrjochting: As it bern in wurd as *dak* lêze wol, moat it mei de *d* begjinne, it moat dus fan links nei rjochts lêze.
Fisuele en auditive analyze: It bern moat it wurd yn letters ferdiele (d-a-k) en apart ferklanke.
Foneem-grafeem keppeling: It bern moat de lûden (fonemen) oan de letters (grafemen) keppelje.
No't it bern de letters en lûden útinoar helle hat, moat it de lûden yn de goede folchoarder ûnthâlde om dy wer byinoar bringe te kinnen.
Fisuele en auditive synteze: It byinoar bringen fan de letters d-a-k ta *dak* is de fisuele, it ferklanken fan it wurd is de auditive synteze.
Betsjutting: It bern wit by it lêzen dat *dak* in part fan in hûs is.

Op in twa- of meartalige skoalle sille bern, as sy de lêstechnyk behearskje, yn mear talen oefenje moatte. By de oerstap fan de iene nei de oare taal sil der transfer plak fine. Dat betsjut dat wat yn de iene taal leard waard, tapast wurde kin yn de oare. Kin in bern lêze, dan kin it dyselde technyk tapasse yn de oare taal.

As in skoalle derfoar kiest om de bern yn it Frysk lêzen te learen, dan is de 'Lêstrep' in gaadlike metoade. It is net in globaalmetoade, dy't fan hiele wurden útgiet, mar in klanksyntetyske, dy't útgiet fan lûden, dêr't letters oan keppele wurde om dêrnei út te kommen by wurden en sinnen. De 'Lêstrep' wurdt in lûd-wurdmetoade neamd, om't de stap fan de letters nei it wurd fuortendaliks oan de oarder komt. Dat is ek needsaaklik, om't it lêzen fan it begjin ôf oan betsjuttingsfol en motivearjend wêze moat.
Om't it Frysk in riker lûdesysteem hat as it Nederlânsk, kenne de bern dy't mei de 'Lêstrep' it lêzen leard hawwe, dan ek mear lûden (klanken). De oergong fan it Fryske nei it Nederlânske lêzen sil dus soepel ferrinne, as de bern de elemintêre lêshanneling ûnder de knibbel hawwe. Der moat wol apart omtinken bestege wurde oan de *ie*. Yn it Frysk is dat in twalûd (hier en blier), yn it Nederlânsk is it in koart lûd, ferlykber mei de Fryske *y* (lied en biet*)*. Itselde jildt foar in part foar de *oe*, faak in twalûd yn it Frysk (koel en bloed), mar foarôfgeand oan de *k* is it in koart ienlûd (boek en roek). Yn it Nederlânsk is it altyd koart (doel en koel).
Fierder sille de bern it Nederlânsk flot lêze kinne. De lêstechnyk wurdt ommers behearske en tapast yn de oare taal.

2.8.9.3 Lêzen leare yn it Frysk

Skoallen dy't derfoar kieze om de bern yn it Frysk lêzen te learen, binne net grut yn tal. It grutste part fan de skoallen kiest in Nederlânsktalige metoade. De oergong nei it Fryske lêzen ferget dan wol wat oefening, om't de bern de typysk Fryske lûden noch leare moatte. Tink mar oan de twalûden en de lûden mei skerptekens en breedtekens (dakjes). In learmiddel dat no fertuten dwaan sil, is de 'Lêsbrêge'. Alle Fryske lûden krije dêryn omtinken en sa sil de oergong nei it lêzen yn it Frysk soepel ferrinne. De 'Lêsbrêge' slacht in brêge fan it Nederlânske nei it Fryske lêzen.

Oersicht fan de Fryske lûden út de 'Lêsbrêge'

y fan rys en lym
g fan groep en grien
ii fan iis en tsiis
â fan âld en sâlt
ê fan bêd en stêd
ô fan rôt en bôle
û fan hûn en lûd
ú fan tún en rút
ie fan hier en flier (twalûd)
ea fan ear en sear (twalûd)
ue fan nuet en puer (twalûd)
eo fan gleon en sneon (twalûd)
oa fan doar en koar (twalûd)
uo fan muorre en fuotten (twalûd)
iuw fan liuw en driuwe (trijelûd)
oai fan goai en ploai (trijelûd)
eau fan skreauwe en sleauwe (trijelûd)

Fierder moatte de wurden *it* en *in* omtinken krije, om't dy útsprutsen wurde as *ut* en *un.*
De *g* fan *g*at en *g*roep wurdt útsprutsen as de g yn it Frânske garcon.
De *a* yn *gat* en *jas* wurdt útsprutsen as *jos* en *tos.*

As de bern oer de lêsdrompel fan it Frysk hinne binne, moat der oefene wurde. Dat kin mei de rige boekjes dy't de bern kwa ynhâld oansprekke. Foar it Frysk is de rige *Poef, Pier en Rik* dêr geskikt foar.

2.8.9.4 Differinsjaasje

As in groep lêzen leart, docht al gau bliken dat it nivo fan de bern útinoar rint. Wylst de iene flot de letters ûnthâldt en al gau oan ekstra oefenstof ta is, hat de oare swierrichheden mei it memorisearjen. Der sille bern wêze dy't wat ekstra oandacht krije moatte. De ynstruksje foar dy bern moat ienfâldich en dúdlik wêze en yn it foar plak fine. Yn in aparte groep oefenje de bern ûnder lieding fan de learkrêft. Herhelling is fan grut belang. Lytse suksessen wurkje motivearjend.
Om letters better te memorisearjen brûkt de learkrêft 'ezelsbrechjes', dy't de bern helpe de letters better te ûnthâlden. Bygelyks de a fan Akke dy't yn apel byt, de b fan de brune bear mei in dikke búk, de s fan in sisterjende slang.

De bern dy't hiel flot lêzen leare, freegje in oare oanpak. Foar har is it fan belang dat der genôch lêsstof op har nivo oanbean wurdt, sadat se dy selsstannich lêze kinne.

In motivearjende aktiviteit foar alle lêzers is it meitsjen fan boekjes. De bern meitsje tekeningen en fertelle dêr in ienfâldich ferhaaltsje by. Juf skriuwt de tekst op. De tekeningen wurde bondele en der komt in kreas omslach omhinne.

2.8.10 Begjinnend skriuwen

2.8.10.1 Ynlieding

Sprutsen wurden wurde wer wei, mar skreaune wurden bliuwe. Dat is it ferskil tusken prate en skriuwe. Yn de beukerbou hawwe de bern dat al 'leard'. Se skriuwe har namme op in tekening dy't se makke ha. Se fertelle juf wat de tekening foarstelt en dy skriuwt der wurden of in koart sintsje by. Sa komme de bern yn oanrekking mei skreaune taal.

Der is ek in ferbân tusken lêzen en skriuwen. Yn de beukerbou lêst de learkrêft in protte foar. Troch foar te lêzen leit se foar de bern in wrâld iepen, dy't oaren betocht ha. As de bern lêzen leare, kinne se dy wrâld sels iepen lizze. Mei oare wurden: se belibje wat of dogge ynformaasje op. By it skriuwen komme der noch mear aktiviteiten by. Se betinke sels in wrâld, lizze dy yn sinnen fêst en kinne dy dan werom lêze. It skriuwproses wurdt foar de bern earst funksjoneel, as oaren de tekst ek lêze. Om yn deselde styl te bliuwen: mei de eigen tekst wurdt de wrâld foar oaren iepen lein.

2.8.10.2 Trije manieren fan skriuwen

Yn groep 3 begjint it eigentlike skriuwproses. As de bern it lêzen leare, bliuwt it net by mûnlinge aktiviteiten. Se lizze de wurden mei de letters fan de letterdoaze of tekenje de wurden nei. Dat 'skriuwen' is bedoeld as ûndersteuning fan it lêsproses.

Yn de skriuwles leare de bern in bepaald hânskrift. Dy technyk is nedich om op in flotte manier teksten te skriuwen. Hoewol't de bern foar it meitsjen fan teksten hieltyd mear achter de kompjûter sitte, bliuwt it oanlearen fan in flot (eigen) hânskrift ien fan de taken fan de basisskoalle.

It skriuwen fan eigen teksten is it eigentlike doel. Sa lizze de bern har eigen wrâld yn skrift fêst. Dat proses begjint al yn groep 3. Mar dat giet net fansels. De bern moatte yn de rin fan de tiid leare om teksten te skriuwen.

2.8.10.3 Skriuwen leare

Wy kinne by it oanlearen fan it skriuwen in tal stadia ûnderskiede:

1. It spontane skriuwen
Dat begjint al yn de beukerbou mei it sabeare skriuwen. De bern bauwe de aktiviteit fan it skriuwen nei; op it papier komme tekens dy't noch gjin betsjutting ha. Dat skriuwen is funksjoneel, as it produkt bygelyks yn de foarm fan in brief 'ferstjoerd' wurdt nei de learkrêft of in oar bern.

2. It skriuwen dat parallel rint oan it begjinnend lêzen
De bern meitsje fan losse letters wurden en skriuwe wurden nei. Yn dat stadium heart ek it meitsjen fan koarte sintsjes mei wurden dy't se al kenne. Dat is it begjin fan it kreative skriuwen.
De folgjende siden út it 'Skriuwboek' binne foarbylden fan dizze faze fan it skriuwen yn it Frysk.

3. It skriuwen fan in mienskiplike tekst
De learkrêft skriuwt op basis fan de ynbring fan de bern sin foar sin in tekst op it boerd. Dêrnei wurdt de tekst in pear kear lêzen. De bern skriuwe de tekst nei.

4. Mienskiplike tekst en skriuwstrategy
It meitsjen fan in mienskiplike tekst jout de learkrêft de mooglikheid om de bern de skriuwstrategy oan te learen.
Dat bart nei oanlieding fan de folgjende fragen:

* Wêr skriuwe wy oer?	It bepalen fan it ûnderwerp.
* Wat witte wy dêr al fan?	It meitsjen fan in wurdskema.
* Hoe begjinne wy?	It kiezen fan de ynlieding.
* Wat komt yn de midden?	It skriuwen fan de kearn.
* Wat komt oan de ein?	It skriuwen fan de ein.
* Wat kinne wy noch ferbetterje?	It korrizjearjen fan de tekst.

5. It tapassen fan de skriuwstrategy by it kreative skriuwen
De bern skriuwe sels teksten op basis fan de skriuwstrategy:
* Wêr skriuw ik oer?
* Wat wit ik dêr al fan?
* Hoe begjin ik?
* Wat komt yn de midden?
* Wat komt oan de ein?
* Wat kin ik noch ferbetterje?

De bern binne it meast motivearre foar it skriuwen fan teksten, as dy ek in funksje ha: bygelyks in brief dy't ferstjoerd wurdt, in artikel foar de skoalkrante, in wurkstik dat as ynformaasje tsjinnet foar oaren. Dan is der sprake fan funksjoneel skriuwen.



2.8.10.4 Lêze en skriuwe yn twa talen

Der binne trije mooglikheden om yn groep 3 mei it skriuwen te begjinnen, ôfhinklik fan de taal dêr't de bern it lêzen yn leare:

1. De bern leare it lêzen mei in Nederlânske begjinnend lêsmetoade en skriuwe parallel dêroan Nederlânske wurden, sinnen en teksten. As de bern yn in letter stadium Frysk lêzen leare (sjoch paragraaf 8.9.), dan leare se dêrby it skriuwen fan it Frysk.

2. De bern leare it lêzen mei de Fryske begjinnend lêsmetoade en skriuwe parallel dêroan Fryske wurden, sinnen en teksten. Yn in letter stadium komt dêr it lêzen en skriuwen yn it Nederlânsk by.

3. De bern leare yn groep 3 tagelyk Nederlânsk en Frysk lêzen en skriuwen (de Opstap-metoade).

2.8.11 Fuortset lêzen

2.8.11.1 Fjouwer lêsdoelen

As de bern it 'begjin fan it lêzen' hân ha, dan kinne sy sels wurden (en sinnen) lêze. Dat is de bedoeling fan it begjinnend lêzen. Mar dat is net it iennige doel. Oan de ein fan it proses binne de folgjende doelen berikt:

- De bern witte dat sy troch lêzen in ferhaal belibje en ynformaasje krije kinne.
- De bern kinne de elemintêre lêshanneling útfiere: sy kinne út losse letters wei wurden foarmje.
- De bern kinne wurden en sinnen begripe.
- De bern hawwe nocht oan lêzen.

It begjinnend lêzen is dus net allinnich rjochte op 'e lêstechnyk: it oanlearen fan de elemintêre lêshanneling. Fan it begjin ôf moat dúdlik wêze wêrom't lêzen belangryk is. Bern reitsje har hieltyd mear bewust fan it *lêsbelang*. Dat is al begûn mei it foarlêzen fan (printe)boeken: ferhalen soargje foar belibbing. No't sysels wurden en sinnen lêze kinne, hat de learkrêft de kâns om de bern it belang fan lêzen noch sterker by te bringen. Net allinnich it belang fan ferhalende teksten, mar ek it opdwaan fan ynformaasje. Dat hoecht net allinnich by teksten op papier te bliuwen. De ûndertiteling op 'e televyzje en teksten op 'e kompjûter binne foarbylden fan it belang fan lêzen yn de byldkultuer.
Lêstechnyk en *lêsbegryp* rinne lykop. Uteraard spilet by it begjinnend lêzen de technyk de haadrol. Bern sille bygelyks de letters leare moatte. Mar by it oanlearen fan letters kin it begryp ek in rol spylje. Der hawwe lêsmetoaden west dy't de letters ferbûnen mei dieren en dingen. In bekend foarbyld is dat de s stie foar de slang dy't sistere: sss. Yn alle gefallen moatte bern fan it begjin fan it lêsproses ôf begripe wat sy lêze.
As lêste, mar net it minst belangryk, is dat de bern nocht krije oan lêzen en dy *lêsnocht* ek hâlde. Dogge lêsbelang, lêstechnyk en lêsbegryp benammen in berop op it ferstân, lêsnocht hat mear te krijen mei it gefoel. Wy kinne sizze dat de earste trije de flier (basis) foar it lêzen lizze. Lêsnocht of lêsmotivaasje is dan de motor foar it fierdere lêzen.

2.8.11.2 Twa foarbylden

It fuortset lêzen is rjochte op deselde doelen: lêsbelang, lêstechnyk, lêsbegryp en lêsnocht. As de doelen dúdlik binne, komt de fraach oan de oarder hoe't dy berikt wurde kinne. It ienfâldichste antwurd is: de learkrêft sil de bern yn situaasjes bringe moatte dêr't sy it lêzen yntegraal yn oefenje. Dat wol sizze mei it each op de fjouwer neamde doelen.

Wy meitsje dat dúdlik mei de beide foarbylden út paragraaf 8.1.

Foarbyld 1

Juf giet nei groep 4 en freget oan de bern wa't wat oer in doar of in noas lêzen hat. Der is ien fan de bern dy't it ferhaal lêst oer de sân kabouters dy't om de hoeke fan de doar nei Sniewytsje sjogge. Juf freget wat 'deur' yn it Frysk is. Dêrnei krije de bern in Fryske lêsles oer it twalûd oa: doar, boar, foar, koar, noar, ensfh. It boek komt op 'e bank en it haadstik oer de doar wurdt lêzen. Juf freget nei de betsjutting fan koar, noar en hoarn. Yn it lêste part fan de les meitsje de bern de opdrachten yn it wurkboek.

De bern hawwe earst yndividueel lêzen yn it boek dat sysels keazen ha. Wy geane derfan út dat elk bern mei nocht lêst yn in boek dat oanslút by syn belibbingswrâld. Wy geane der ek fan út dat de bern har (noch mear) bewust wurde fan it belang fan it lêzen. Dat kin troch de hâlding en wurden fan juf en de lêsaktiviteiten yn de groep. De lêstechnyk wurdt oefene mei de klam op it twalûd oa. Fierder freget juf geregeld wat bepaalde wurden betsjutte: koar, noar en hoarn. Alle fjouwer doelen komme dus yn it earste foarbyld oan de oarder.

Foarbyld 2

Nei it koarte rûntepetear betinke de bern mei elkoar in tekst. Om't it de Fryske wike is, komt de tekst yn it Frysk op it boerd:

Der is in stoarm.
It dak is lek.
In tûke brekt.
De tûke falt op 'e dyk.
Wat komt dêr oan?
In auto.
Boem, yn it wetter.

De bern fan groep 4 krije de opdracht om in eigen ferhaal oer de stoarm te skriuwen. It begjint sa:

Ik rin yn de stoarm.
Wat sjoch ik?

Juf lit in bern fan groep 4 syn ferhaaltsje foarlêze. Se skriuwt it op it boerd. De bern sykje út 'e beide ferhaaltsjes dy't no op it boerd steane, de wurden mei oa. De oa kriget in giele kleur. De bern sprekke de wurden mei oa út. Dêrnei lêst elk bern syn eigen ferhaaltsje foar. Sitte der wurden mei oa yn? Dy komme op it boerd. Binne der wurden by dy't de bern net begripe? Dy wurde besprutsen. De bern oefenje de oa fierder yn it lês- en wurkboek.

Wy geane derfan út dat de bern mei nocht lêze, om't sysels de lêsteksten betinke en skriuwe. Yn de hâlding en wurden fan juf komt geregeld nei foaren dat it meitsjen en lêzen fan teksten belangryk is. De lêstechnyk wurdt oefene mei de klam op it twalûd oa. Fierder wurde de wurden besprutsen dy't de bern net begripe.
Yn it twadde foarbyld komme ek alle fjouwer doelen oan de oarder.

2.8.11.3 Fjouwer lêsfoarmen

De learkrêften hawwe de beskikking oer bepaalde foarmen om de doelen te berikken. Dat binne de lêsfoarmen. Wy ûnderskiede klassikaal lêzen, nivolêzen, tutorlêzen en trioellêzen.

Klassikaal lêzen
By it klassikale lêzen folget de hiele groep deselde tekst. De bern lêze om bar lûdop, de groep lêst sûnder lûd mei. De learkrêft stiet stil by drege wurden, dêr't de betsjutting fan útlein wurdt. De ûnderfining by it klassikale lêzen is dat guon swakkere lêzers der tsjinoan sjogge om in beurt te krijen. De bettere lêzers ferfele har faak.
It klassikale lêzen hat as doel dat de technyk oefene wurdt (lêstechnyk). Boppedat is it saak dat de bern de tekst begripe (lêsbegryp). Oft mei it klassikale lêzen de doelen fan lêsbelang en lêsnocht altyd helle wurde, is de fraach.

Nivolêzen
By it nivolêzen sitte de bern mei itselde lêsnivo yn ien groep, meastal in groep fan fjouwer. Se folgje deselde tekst en lêze om bar lûdop. It nivolêzen kin ûnder lieding fan in lêsâlder barre of de bern kinne it selsstannich dwaan. De ûnderfining by it nivolêzen is dat bern yn de legere nivo's te stadich in heger nivo berikke. Se bliuwe yn de legere nivo's hingjen.
It nivolêzen hat as belangrykste doel it oefenjen fan de lêstechnyk. It is de fraach oft mei it nivolêzen de doelen fan lêsbelang, lêsbegryp en lêsnocht har gerak krije.

Tutorlêzen
By it tutorlêzen sitte de bern yn groepkes fan twa. In bettere lêzer begeliedt it lêsproses fan in swakkere lêzer. It is ek mooglik dat in swakkere lêzer út in hegere groep lêst mei in bern út in legere groep. Dy âldere lêzer hat in heger nivo as de jongere lêzer. As de tutor goede ynstruksjes hân hat, leare beide dielnimmers fan it lêsproses.
It tutorlêzen hat as belangrykste doel it oefenjen fan de lêstechnyk. Mar as de tutor syn rol goed spilet, in foarbyld is foar de 'learling', kinne de oare doelen ek ta har rjocht komme.

Trioellêzen
By it trioellêzen lêze bern en learkrêft yndividueel út in boek dat se sels keazen ha. By dizze lêsfoarm is it de bedoeling dat de hiele skoalle alle dagen op deselde tiid lêst. Mocht dat om organisatoaryske redenen net kinne, dan fynt trioellêzen plak per bou of per groep. As bern in boek keazen ha dêr't se neat oan fine, meie se ruilje.
De boeken dêr't de bern út kieze kinne, binne yndield op basis fan belibbing en begryp. It giet dus om it belibbingsnivo op in bepaalde leeftyd en om wat bern begripe kinne. Dat lêste hat te krijen mei de ynhâld fan de tekst. Foar de ûnderbou kriget it technyske aspekt wat mear aksint.
Trioellêzen is yn it foarste plak rjochte op trije (trio) doelen ((d)oel): lêsnocht, lêsbegryp en lêstechnyk. Mar om't dizze lêsfoarm sa yntinsyf oan de oarder komt, kriget ek it doel fan it lêsbelang in aksint.

2.8.11.4 Yntegraal lêze

Hoe kin de learkrêft it lêsproses sa ynrjochtsje dat foar beide talen de fjouwer doelen helle wurde? It is nammentlik de bedoeling dat de bern likegoed Frysk lêzen leare as Nederlânsk. Dat wol sizze dat se ek:
- it belang fan lêzen yn it Frysk ynsjogge;
- de lêstechnyk yn it Frysk behearskje;
- Fryske teksten begripe;
- nocht oan it lêzen fan Fryske teksten ha.

De learkrêft moat in manier fine om it lêzen yn beide talen troch de wike hinne goed te organisearjen. Dy manier moat fan gefolgen ha dat bern har bewust binne dat it lêzen yn beide talen net aparte ûnderdielen binne. Twatalich lêzen moat yn in bepaald ramt brocht wurde. Oan it begjin en de ein binne mienskiplike aktiviteiten mei teksten yn beide talen. Dêrtusken is it lêzen yn it Nederlânsk en Frysk skieden.

De folgjende organisaasjefoarm is in foarbyld fan yntegraal lêzen:
1. Mienskiplike yntroduksje oan it begjin fan de wike
De learkrêft lêst twa koarte teksten foar, in Nederlânske en in Fryske. Dêrnei folget mei ien fan de bern in ynterview oer it boek dat it lêst, ôfwikseljend yn it Nederlânsk en it Frysk.

2. Nederlânske oefenles, oanslutend by de mienskiplike yntroduksje
De lêsswakke bern lêze ûnder begelieding fan de learkrêft, de lêssterke bern lêze yn groepkes fan twa.

3. Frij lêsmomint yn de rin fan de wike
Alle bern lêze yndividueel yn in Nederlânsk boek.

4. Fryske oefenles
De lêsswakke bern lêze ûnder begelieding fan de learkrêft, de lêssterke bern lêze yn groepkes fan twa.

5. Frij lêsmomint yn de rin fan de wike
Alle bern lêze yndividueel yn in Frysk boek.

6. Mienskiplike ôfsluting
In bern fertelt oer syn Nederlânsk boek, in oar bern oer syn Frysk boek; beide bern lêze in stikje foar. Oan de ein jouwe de bern har miening oer de lêsmominten yn de rin fan de wike.

2.8.12 Begripend harkjen en lêzen

2.8.12.1 Ynlieding

Minsken brûke de taal sa dat se elkoar begripe. Dat is teminsten de bedoeling. Se prate bygelyks om't se elkoar wat te fertellen ha. Se skriuwe om bygelyks in boadskip oer te bringen. De harker moat begripe wat der sein wurdt en de lêzer wat der skreaun is.
It begripen giet better as de taal oanslút by dy fan de harker en lêzer. Dat wol sizze:
* dat de taal brûkt wurdt dêr't se har it bêste yn thús fiele; meastal is dat de memmetaal, by teksten kin dat de twadde taal wêze, bygelyks it Nederlânsk as in Fryskprater it Frysk net sa goed lêze kin;
* dat de taal brûkt wurdt op it nivo fan de harker of lêzer; in bern fan fjouwer jier wurdt bygelyks oars oansprutsen as in bern fan tolve jier;
* dat de taal brûkt wurdt dy't heart by in bepaalde situaasje; bygelyks it harkjen nei it nijs op 'e radio en it praatsje by de bushalte.

De aspekten foar it goed begripen fan wat sein wurdt en wat op papier stiet, binne dus:
* de taal sels, bygelyks Frysk of Nederlânsk;
* de wurden dy't brûkt wurde;
* de sinskonstruksjes;
* de taalgebrûkssituaasjes.

Bern ûntwikkelje har op al dy fjouwer aspekten. Yn de rin fan de skoaltiid leare se der in taal by; in Nederlânsktalich bern bygelyks it Frysk. Se krije in gruttere wurdskat. De sinnen dy't se brûke, wurde komplekser; tagelyk kinne se yngewikkelder teksten lêze. En de taalgebrûkssituaasjes dêr't bern yn komme, nimme ta yn tal.

De skoalle hat in rol by it stimulearjen fan dy ûntwikkeling. Dat is yn algemiene sin sa, mar ek yn de sin fan it fuortsterkjen fan it begripend harkjen en lêzen.

2.8.12.2 Doelen

Begripend harkjen
As de bern yn groep 3 komme, hawwe se al in protte taal heard. Yn it foarste plak thús yn de kommunikaasje mei âlders, broers en susters. Dat bart yn in natuerlike situaasje. Yn it twadde plak yn it pjutteboartersplak en groep 1 en 2 fan de basisskoalle. De kommunikaasje ferrint ek dêr foar it grutste part op in natuerlike wize. Wol wurde dêr ynteraktive wurkfoarmen tapast dy't in berop dogge op goed harkjen, bygelyks fertelle, foarlêze en it spyljen yn de poppekast. Foar't de bern yn groep 3 komme, is dus al in basis fan harkfeardigens lein.

It algemiene doel fan begripend harkjen yn groep 3 en 4 is dat bern passend reagearje kinne op wat der tsjin har sein of ferteld is, sawol yn it Frysk as it Nederlânsk.
De spesifike doelen fan begripend harkjen binne:
* De bern kinne antwurd jaan op in fraach.
* De bern kinne in opdracht útfiere.
* De bern kinne in ferhaal mei eigen wurden neifertelle.
* De bern kinne in eigen miening jaan op basis fan wat se beharke ha.
Om dy doelen te berikken, leare de bern in bepaalde strategy oan.

Begripend lêzen
As de bern yn groep 3 komme, begjint yn de measte skoallen it formele lêsproses. Dat wol sizze dat de learkrêft in begjinnend lêsmetoade ynset om de bern de elemintêre lêshanneling te learen. De klam leit dêrby op 'e lêstechnyk. Mar tagelyk is it de bedoeling dat de bern de wurden en sinnen begripe. Dus fan it begjin ôf rint it begryp lykop mei de technyk.

It algemiene doel fan it begripend lêzen yn groep 3 en 4 is dat de bern in Fryske en in Nederlânske tekst op har nivo sa opnimme kinne dat se passend reagearje op wat se lêzen ha.
De spesifike doelen fan begripend lêzen binne:
* De bern kinne de betsjutting fan wurden fertelle.
* De bern kinne fragen nei oanlieding fan in tekst beäntwurdzje.
* De bern kinne in tekst mei eigen wurden neifertelle.
* De bern kinne in eigen miening jaan op basis fan wat se lêzen ha.
Om dy doelen te berikken, leare de bern in tal strategyen oan.

2.8.12.3 Begripend harkjen

Om't de kommunikaasje in natuerlik proses is, steane bern (en ek folwoeksenen) meastal net stil by wat der yn dat proses plak fynt. It giet derom dat wat yn de kommunikaasje sein wurdt, sa goed mooglik oerkomt. Dat 'sizzen' hat al oan de oarder west: talen, wurden, sinskonstruksjes en taalgebrûkssituaasjes. It giet hjir om it harkjen.

Harkhâlding
Foar it harkjen is in bepaalde hâlding nedich. Dy hâlding hat û.o. te krijen mei rêst, konsintraasje en de wil om te harkjen. In harker moat harkje wolle. Dy moat him aktyf opstelle. As it ûnderwerp foar de harker nijsgjirrich is, giet it harkjen min of mear fansels. De manier fan presintearjen spilet ek in rol. Kin de sprekker it ûnderwerp goed bringe, dan is it harkjen meastal ek gjin probleem. It wurdt folle dreger as ûnderwerp of presintaasje minder oansprekke. Dan komt it op de harkhâlding oan. Dat hat alles te krijen mei it respekt foar de sprekker. It oanlearen fan in goede harkhâlding giet dus folle fierder as allinnich de kommunikaasje. It giet om de echte oandacht foar elkoar, yn brede sin om sosjale foarming. Dy foarming spilet op skoalle de hiele dei in rol.
De harkhâlding kin wol apart oan de oarder komme en traind wurde, û.o. as de kommunikaasje net goed ferrint. De bern hawwe bygelyks net goed nei in opdracht harke of yn in petear is der gjin oandacht foar wat in bern fertelt. Dan komt it harkjen spesifyk oan de oarder. Faak ropt de learkrêft de bern ta de oarder. Dêr is neat mis mei, mar it kin ek op in oare manier. In helpmiddel dêrby is de harkkaart.

Harkkaart
De harkkaart is in grutte kaart mei in tal fragen. De kaart hinget foar alle bern sichtber yn it lokaal. De fragen binne:

1. Harkje ik wol?
2. Wat hat A sein?
3. Wat moat ik?
    a. Wat moat ik dwaan?
    b. Watfoar antwurd moat ik jaan?
    c. Wat moat ik ûnthâlde?

As in bern net goed harket, neamt de learkrêft syn/har namme. Dan wurdt fraach 1 oanwiisd. Dêrnei komt fraach 2 oan de oarder. It bern jout antwurd. Fraach 3 folget logysk op antwurd 2.
Yn it begjin sil dizze harkproseduere systematysk folge wurde. Binne de bern deroan wend, dan sit de strategy yn de holle. De learkrêft hoecht der mar nei te wizen of de bern witte wêr't se oan ta binne: harkje, weromhelje wat sein is en reagearje. Op 't lêst is de proseduere ta in hâlding wurden.

Harkstrategyen
De learkrêft fan groep 3 en 4 kin in tal harkstrategyen tapasse om it harkjen fan de bern te ferbetterjen. Dat kin foar en nei it fertellen of foarlêzen fan in ferhaal.
Wy ûnderskiede de folgjende fazen:
* De faze foar it ferhaal.
* It fertellen fan it ferhaal.
* De faze nei it ferhaal.

Foar it ferhaal
De learkrêft neamt de titel fan it ferhaal en stelt de folgjende fragen:
* Wêr soe dit ferhaal oer gean? (foarútsjen)
* Wat witst sels al oer … ? (foarkennis)
De bern antwurdzje nei oanlieding fan wat sy al sjoen, heard, meimakke of earder lêzen ha oer it ûnderwerp.

It fertellen fan it ferhaal
Troch de antwurden op 'e beide fragen dy't yn de earste faze oan de oarder west ha, hawwe de bern kennis oer it ûnderwerp opdien. Dêrmei kinne se it ferhaal better begripe.

Nei it ferhaal
As it ferhaal ferteld of foarlêzen is, komt de lêste faze oan de oarder: it weromsjen. Mei de kennis fan de earste en twadde faze hawwe de bern it doel berikt: se kinne passend reagearje op wat se beharke ha. De bern kinne antwurd jaan op de folgjende fragen:
* Is útkommen watst fan de tekst ferwachte hiest? (foarútsjen)
* Bist mear te witten kommen as watst foar it ferhaal al wist? (foarkennis)
* Wat kinst fertelle oer…? (kennis oer it ferhaal)

Harkfoarmen
De hiele dei wurdt taal brûkt, dus der moat ek harke wurde. Dat binne meastal natuerlike harksituaasjes: de learkrêft freget wat, de bern fertelle, de learkrêft jout in opdracht, ensfh. Dêrnêst is der in tal foarmen dy't tige gaadlik binne om it begripend harkjen te oefenjen:
* It hâlden fan in (groeps)petear.
* It ynteraktyf fertellen fan in ferhaal.
* It ynteraktyf foarlêzen.
* It wurkjen mei it fertelkastke.
* It dramatisearjen fan in ferhaal.
* It spyljen yn de poppekast.
* It presintearjen fan in wurkstik.
* It beharkjen fan in kassettebantsje.
* It harkjen nei in skoalleradioprogramma.
Wy meitsje dêrby ûnderskied tusken mear passive en mear aktive harkfoarmen. Foarbylden fan de earste binne it harkjen nei in ferhaal, in wurkstik, in cd en in skoalleradioprogramma. By dy harkfoarmen is it harkjen de belangrykste aktiviteit fan de bern. Mar it is ek mooglik dat de learkrêft it ferhaal ûnderbrekt en de bern derby belûkt. Bygelyks troch it stellen fan fragen: wêrom hat A dat dien; hoe kaam it dat B dat net dwaan woe; hoe soe it ferhaal ôfrinne? Dat neame wy ynteraktyf harkjen. De learkrêft kin de konsintraasje fan de bern ôfweage oan har reaksjes. Nei ôfrin fan it ferhaal, de presintaasje of it programma kin de learkrêft ek fragen

stelle. Sa kin it ‘harkbegryp’ fan de bern hifke wurde, mei oare wurden: ha sy begrepen wêr’t it om gie?
De mear aktive harkfoarmen binne bygelyks it meidwaan oan in (groeps)petear, it dramatisearjen fan in ferhaal en it meispyljen yn de poppekast. De bern moatte hjirby harkje en reagearje. Oan de reaksjes kin de learkrêft opmeitsje oft in bern goed harke hat.

Yntegraal harkjen
Der is sprake fan yntegraal harkjen, as it harkjen yn beide talen yn gearhing foarkomt. Dêrby is de fraach hoe’t de learkrêft it harkproses sa ynrjochtsje kin dat de doelen fan it begripend harkjen yn beide talen berikt wurde.
It meast logyske antwurd op dy fraach is: alle fak- en foarmingsgebieten wurde foar de helte yn it Frysk en foar de helte yn it Nederlânsk jûn. Bygelyks de iene dei is it Frysk de fiertaal en de oare dei it Nederlânsk. Of de iene wike Frysk en de oare Nederlânsk. Sa krije de bern yn beide talen likefolle kâns om it begripend harkjen te oefenjen.
De harkhâlding en harkstrategyen binne yn prinsipe foar alle talen gelyk. Dus dêrby kin oerdracht (transfer) wêze fan de iene op ’e oare taal. Hat it bern bygelyks in goede harkhâlding by it Nederlânsk, dan is dat meastal ek it gefal by it Frysk. Der is lykwols ien betingst: it bern moat foar it Frysk oer ek in goede hâlding ha, it moat dus posityf foar it Frysk oer stean.
Yntegraal harkjen hat dus te krijen mei:
* Lykwicht yn it Frysk en Nederlânsk as fiertaal.
* In positive hâlding foar beide talen oer.
* In goede harkhâlding by beide talen.
* It tapasssen fan deselde harkstrategyen by beide talen.

2.8.12.4 Begripend lêzen

Is de mûnlinge kommunikaasje foar de bern yn de groepen 3 en 4 foar in grut part in natuerlik proses, dat kin net sein wurde fan it lêzen. Yn it foarste plak leare de bern yn groep 3 de lêstechnyk oan. It proses fan it begjinnend lêzen ferrint foar de measten systematysk. Yn it twadde plak wurdt der wurke oan it lêsbegryp. Bern moatte har sa ier mooglik yn it lêsproses bewust wurde dat it by it lêzen giet om de ynhâld: it belibjen fan in ferhaal en it opdwaan fan ynformaasje. Der binne bepaalde strategyen om fet (‘grip’) te krijen op de ynhâld. It tapassen fan dy lêsstrategyen is fan positive ynfloed op it lêsbegryp. It oanlearen fan de strategyen kin allinnich mar goed ferrinne as de lêshâlding fan de bern posityf is.

Lêshâlding
Jonge bern wolle graach lêzen leare. Se imitearje al ier it gedrach fan de lêzers. As se in printeboek trochblêdzje, is dat foar harren lêzen. Dy positive ‘lêshâlding’ wurdt yn de beukerbou fuortsterke troch allerhanne aktiviteiten, û.o. yn de lêshoeke (sjoch haadstik 7.4.4.). Yn groep 3 moat it begjinnend lêsproses foar de bern stimulearjend bliuwe. Se moatte it gefoel krije dat it lêzen hieltyd better ferrint. Tagelyk moatte de bern har bewust wurde dat se troch te lêzen aventoeren belibje en wat te witten komme. De lêshâlding wurdt dus fuortsterke op trije manieren:
* ik kin lêze;
* troch it lêzen belibje ik wat;
* troch te lêzen kom ik wat te witten.

Lêsstrategyen
As de bern yn groep 3 de elemintêre lêshanneling behearskje, kinne sy yn prinsipe selsstannich lêze. Dan brekt de faze oan dat de klam mear op de ynhâld fan de teksten komt te lizzen. No kinne de lêsstrategyen systematysker ynset wurde. Dy strategyen kin de learkrêft yn aparte lessen mei de bern oefenje. Sa’n les hat de folgjende struktuer:
* De faze foar it lêzen.
* It lêzen fan de tekst.

* De faze nei it lêzen.

Foar it lêzen
Yn de faze foar it lêzen binne de bern oriïntearjend en/of kreatyf dwaande. Sy hawwe de tekst foar har. De learkrêft stelt twa fragen om de bern te oriïntearjen op 'e tekst:
* Wêrom lêze wy dizze tekst?
Mooglike antwurden: om't it in spannend ferhaal is; om wat te witten te kommen.
* Watfoar tekst is it?
Mooglike antwurden: in ferhaal, in gedicht, in folder.

De learkrêft ropt de kreativiteit fan de bern op mei de folgjende fragen:
* Wat kinst no al sizze oer de tekst?
De bern jouwe bygelyks antwurd nei oanlieding fan it besjen fan de yllustraasjes en it lêzen fan de titel.
* Wat witst al oer it ûnderwerp?
De bern antwurdzje nei oanlieding fan wat sy al sjoen, heard, meimakke of earder lêzen ha.

Yn de faze foar it lêzen komt ek noch de fraach oan de oarder hoe't de bern de tekst it bêste lêze kinne. Bygelyks de earste en lêste sinnen earst (om globaal de ynhâld te witten). Of de tekst sekuer lêze en de drege wurden opskriuwe.

It lêzen sels
As de tariedende faze fan de oriïntearjende en kreative aktiviteiten west hat, lêze de bern de tekst sels. Troch de strategyen dy't yn de earste faze oan de oarder west ha, hawwe de bern kennis opdien. Sy kenne, ôfhinklik fan de behannele strategy(en) yn dy iene les:
* it lêsdoel;
* de tekstsoart;
* de globale ynhâld;
* de lêsmanier.
Boppedat binne de bern har bewust dat de tekst ek te krijen hat mei wat sysels al oer it ûnderwerp witte. Al dy foarkennis hat fan gefolgen dat de tekst makliker tagonklik is.

Der binne trije manieren om de tekst te lêzen. Dy trije manieren kinne yn de folgjende fragen oerset wurde:
* Lês ik de tekst sekuer? (sekuer lêze)
* Lês ik de tekst tinkend? (tinkend of kritysk lêze)
* Moat ik wat fan de tekst ûnthâlde? (studearjend lêze)

By it sekuer lêzen leit de klam op it yntinsyf, wurd foar wurd, lêzen fan in tekst. De bern nimme de details yn har op. De betsjutting fan wurden en sinnen is by sekuer lêzen belangryk.
By it tinkend/kritysk lêzen binne de ferbannen belangryk: haad- en bysaken, oplossings foar problemen, feiten en mienings, ferbân tusken tekst en eigen ûnderfining.
By it studearjend lêzen leit de klam op it fêstlizzen fan belangrike ynformaasje.

De learkrêft kin foar it lêzen oanwizings jaan hoe't de bern de tekst lêze moatte:
* "Lês de tekst sekuer. Skriuw de wurden op dy'tst net begrypst. Wat sei A, doe't er troch de plysje pakt waard?"
* "Lês de tekst tinkend. Wat is it belangrykst oan it begjin fan it ferhaal? Wat fynsto derfan dat B sa lilk waard?"
* "Wat fynsto belangryk om fan de tekst te ûnthâlden? Skriuw dêr in sin oer op." (studearjend lêzen)

Nei it lêzen
As de bern de tekst lêzen ha, komt de lêste faze oan de oarder: it weromsjen op wat dien is.

Wy neame dat ek wol de reflektearjende faze. Mei de kennis fan de earste en twadde faze hawwe de bern it doel berikt: se kinne passend reagearje op wat se lêzen ha. Mei oare wurden: se behearskje de ynhâld fan it ûnderwerp fan de les.
De bern kinne, ôfhinklik fan de strategyen dy't yn de tariedende faze oan de oarder west ha, passend reagearje op de folgjende fragen:
* Hast genietsje kind fan it ferhaal? Wat bist te witten kommen? (lêsdoel)
* Soest sels ek wol sa'n aventoer belibje wolle? Hoe fûnst it gedicht? Hoe tinkst oer de folder? (tekstsoart)
* Is útkommen watst fan de tekst ferwachte hiest? (foarútsjen)
* Bist mear te witten kommen as watst sels al oer it ûnderwerp wist? (foarkennis)
* Watfoar problemen bist by it lêzen tsjinkommen? (û.o. lêsmanier)

Yn skema

Foar it lêzen	1	Lêsdoel *Lêsstrategy 1* • it bepalen fan it lêsdoel	Wêrom lêze wy dizze tekst? Mooglike antwurden: • Genietsje fan in ferhaal • Antwurden fine op fragen • Nije ynformaasje opdwaan
	2	Tekstsoart *Lêsstrategy 2* • it bepalen fan de tekstsoart	Watfoar soarte fan tekst is it? Mooglike antwurden: • Ferhaal • Dialooch • Gedicht • Ynformative tekst • Tekst mei gebrûksoanwizings • Tekst mei mienings • Ynterview
	3	Tekstynhâld *Lêsstrategy 3* • it foarútsjen op de ynhâld	Wat kinst al oer de ynhâld sizze? Oanwizings: • Titel • Kopkes • Yllustraasjes • Earste en lêste alinea lêze
	4	Foarkennis *Lêsstrategy 4* • it aktivearjen fan de foarkennis	Wat witst al oer it ûnderwerp? Mooglike fragen: • Wat hast derfan sjoen? • Wat hast derfan heard? • Wat hast der sels oer meimakke? • Wat hast derfan lêzen?



Yntegraal begripend lêzen
As it begripend lêzen yn beide talen yn gearhing oan de oarder komt, sprekke wy fan yntegraal begripend lêzen. De fraach is no hoe't de learkrêft it lêsproses sa ynrjochtsje kin dat de doelen fan it begripend lêzen yn beide talen berikt wurde.
It algemiene doel yn groep 3 en 4 is: bern kinne in Fryske en Nederlânske tekst op har nivo sa opnimme dat se passend reagearje op wat se lêzen ha. De spesifike doelen binne: de bern kinne de betsjutting fan wurden oanjaan, fragen beäntwurdzje, in tekst neifertelle en in miening jaan.

Dy doelen wurde berikt troch it systematysk ynsetten fan lêsstrategyen. Yn prinsipe kin de learkrêft yn groep 3 en 4 alle seis lêsstrategyen tapasse. De bern yn dy groepen binne nammentlik by steat om de folgjende fragen op har nivo te beäntwurdzjen:
1. Wêrom lêze wy de tekst? (strategy 1: lêsdoel)
2. Watfoar tekst is it? (strategy 2: tekstsoart)
3. Wat kinst foar de tiid al sizze oer de tekst? (strategy 3: foarútsjen)
4. Wat witst al oer it ûnderwerp? (strategy 4: foarkennis)

5. Hoe kinst/moatst de tekst lêze? (strategy 5: lêsmanier)
6. Hoe sjogge wy werom op de tekst? (strategy 6: refleksje)
It is net de bedoeling dat yn ien en deselde les alle seis lêsstrategyen oan de oarder komme. De learkrêft lit de bern per les bygelyks twa lêsstrategyen foar it lêzen fan de tekst tapasse en de refleksje op dy beide strategyen nei de tekst. Yn de folgjende les wurde dan twa oare strategyen behannele.

De strategyen kinne sawol op Fryske as op Nederlânske teksten tapast wurde. De bern moatte har bewust wurde dat wat sy yn de Fryske les leare, ek jildt foar de Nederlânske les. Oarsom is dat ek sa. Wy neame dat it prinsipe fan de transfer. It soe lykwols net goed wêze om allinnich teksten yn ien en deselde taal te brûken foar it begripend lêzen. Bern moatte de lêsstrategyen oefenje yn beide talen. Dan wurket de transfer it bêste. As dy ôfwikseling by it begripend lêzen goed tapast wurdt, is der sprake fan yntegraal begripend lêzen.
De learkrêft kin de lêsfoarmen - fuortset lêzen en begripend lêzen - yn gearhing tapasse. Fan dat yntegrale lêsûnderwiis jouwe wy in foarbyld:

1. Mienskiplike yntroduksje oan it begjin fan de wike
De learkrêft lêst twa koarte teksten foar, in Nederlânske en in Fryske. De learkrêft hâldt mei ien fan de bern in ynterview oer it boek dat it lêst, ôfwikseljend yn it Nederlânsk en it Frysk.

2. Nederlânske oefenles, oanslutend by de mienskiplike aktiviteit
De lêsswakke bern lêze ûnder begelieding fan de learkrêft, de lêssterke bern lêze yn groepkes fan twa.

3. Begripend lêsles yn it Nederlânsk

4. Frij lêsmomint yn de rin fan de wike
Alle bern lêze yndividueel in Nederlânsk boek.

5. Fryske oefenles
De lêsswakke bern lêze ûnder begelieding fan de learkrêft, de lêssterke bern lêze yn groepkes fan twa.

6. Begripend lêsles yn it Frysk

7. Frij lêsmomint yn de rin fan de wike
Alle bern lêze yndividueel in Frysk boek.

8. Mienskiplike ôfsluting
In bern fertelt oer syn Nederlânsk boek, in oar bern oer syn Frysk boek; beide bern lêze in stikje foar. Oan de ein jouwe de bern har miening oer de lêsmominten yn de rin fan de wike.

2.8.13 Taal en wrâldoriïntaasje

2.8.13.1 Ynlieding

Bern ferkenne de wrâld. Dêr binne se in grut part fan de dei mei dwaande, net allinnich op skoalle, mar thús, op strjitte en in protte oare plakken ek. Bûten skoaltiid giet de ferkenning foaral fan de bern út. Sy geane út harsels op de ferskillende prikkels út 'e bûtenwrâld yn. Op skoalle jout de learkrêft by wrâldferkenning mear de rjochting oan. Dy docht dat op basis fan it skoalplan en de metoaden dy't brûkt wurde. Mar yn it ûnderwiis moat ek romte wêze foar de ynbring en it inisjatyf fan de bern. Oars soe der gjin sprake wêze fan ferkenning, mar inkeld fan stjoering.
Bern hawwe 'ynstruminten' om de wrâld te ferkennen: eagen, earen, mûle, noas en hannen en it 'lêsapparaat' fan it (begripend) lêzen. Mei dy ynstruminten sammelje se ynformaasje.

Eagen, earen, mûle, noas en hannen binne direkt ferbûn mei de wrâld. Wy kinne it ek sa sizze: der sitte gjin tekens tusken. By it lêsapparaat is der wol sprake fan tekens. Troch it brûken fan it lêsapparaat sette de bern tekens om yn ynformaasje. Of om it gewoaner te sizzen: troch it lêzen fan in tekst kinne de bern wat te witten komme.

De fjouwer belangrykste 'ynstruminten' foar de wrâldferkenning kinne wy ek werjaan mei fragen:
* Is der wat fan te sjen?
* Is der wat fan te hearren?
* Is der wat mei te dwaan?
* Is der wat oer te lêzen?

2.8.13.2 Ynstruminten foar wrâldoriïntaasje

Yn de ûnderbou fan de basisskoalle is der noch gjin sprake fan in strange skieding fan fakken. Eins stiet alles yn it teken fan wrâldoriïntaasje. Bern ferkenne de wrâld mei ynstruminten. Yn groep 1/2 binne dat de eagen, earen en hannen. Yn groep 3 krije de bern in fjirde ynstrumint oanrikt: it lêsapparaat. Yn de beukerbou is dat ynstrumint al ferkend (it kommende letterjen - sjoch haadstik 7.4.).

Om't de measte bern yn groep 3 it lêzen noch leare moatte, kin it lêzen earst yn de rin fan it jier oan de oarder komme by wrâldferkenning. De bern binne dus foaral oanwiisd op de trije direkte ynstruminten: eagen, earen en hannen. Materialen en wurkfoarmen binne dêrop ôfstimd:
* It omgean mei de dingen sels, bygelyks blêden en fruchten by in projekt oer de hjerst, materialen yn de temahoeken.
* Yllustraasjes besjen, bygelyks in temaplaat.
* It besjen fan printeboeken.
* It sjen nei skoalletelevyzjeprogramma's.
* It harkjen nei ferhalen.
* It meitsjen fan in ekskurzje.
* It wurkjen mei planten binnen en bûten.

Hjir folget in foarbyld fan in aspekt fan in wrâldoriïntaasjetema út paragraaf 8.1.:

> *Yn de tsien minuten foar it skoft liedt juf it tema 'Elk syn eigen taal' yn. Hokker taal prate de bern thús? Watfoar taal hearst foar de radio en televyzje? Ensafuorthinne.*
> *Nei it skoft sjogge de bern nei it Fryske televyzjeprogramma 'Elk syn eigen taal'. Oanslutend komt it boek 'D'r opút' op 'e bank. De bern ferkenne de praatplaat fan it stasjon; op dy plaat spilet taal op ferskillende manieren in rol. Nei oanlieding fan de ôfbylding fan de trein freget juf, wat hurder ride kin, in trein of in auto? Peter tinkt dat harren auto mei 220 kilometer op 'e teller hurder kin.*

Yn dit foarbyld wurde allinnich de ynstruminten fan it sjen en harkjen ynskeakele:
* It harkjen nei (en praten) oer ûnderfinings oangeande de eigen taal.
* It sjen nei in televyzjeprogramma.
* It sjen nei in praatplaat.

Nei ferrin fan tiid komt it lêzen derby. De learkrêft siket by it tema dat oan de oarder komt, gaadlik skriftlik materiaal. De bern helje dêr no ek ynformaasje út. Mar yn groep 3/4 kin it net sûnder de direkte ynstruminten: in bern ferkent de wrâld yn earste ynstânsje mei egen, earen en hannen.

2.8.13.3 Relaasje tusken taal en wrâldoriïntaasje

Taal spilet in belangrike rol by wrâldoriïntaasje. Dat is yn it foargeande al sydlings oan de oarder kommen nei oanlieding fan twa ynstruminten: earen en lêsapparaat.
Op trije manieren spilet taal in rol by wrâldoriïntaasje:

1. Troch de taal leare de bern begripen. In hûs is net allinnich it hûs dêr't it bern yn wennet, mar it wurd 'hûs' slacht ek op alle oare huzen. Sa leare bern it begryp 'hûs'. By it oanlearen fan de taal fynt dus begrypsfoarming plak. By wrâldoriïntaasje wurde dyselde begripen ek brûkt. As de (wrâldoriïntaasje)begripen by taal al oanleard binne, is der in goede basis lein foar de fierdere ferkenning fan de wrâld.

2. It globale doel fan taalûnderwiis is dat de bern taalfeardich wurde. Dat hâldt yn earste ynstânsje yn dat sy de taal goed ferstean en prate kinne. By de ferkenning fan de wrâld spilet de mûnlinge taalfeardichheid in grutte rol. Learkrêft en bern prate mei elkoar oer in ûnderwerp. De learkrêft fertelt in ferhaal oer dat ûnderwerp. Dizze foarbylden hawwe te krijen mei de mûnlinge taalfeardichheid. Hoe feardiger bern yn mûnlinge taal binne, hoe better sy de wrâld ferkenne.

3. Net allinnich in goede mûnlinge taalfeardichheid is fan ynfloed op wrâldoriïntaasje. De skriftlike taalfeardichheid spilet ek in belangrike rol. Wy hawwe yn dat ferbân it lêsapparaat al neamd. As de bern goed technysk en begripend lêze, kinne se in protte ynformaasje út teksten helje.
It twadde ûnderdiel fan de skriftlike taalfeardichheid is it skriuwen: it behearskjen fan de stavering en it gearstallen fan eigen teksten. As bern dy beide feardichheden behearskje, komt dat nei foaren yn bygelyks de kwaliteit fan wurkstikken. Wa't sels aspekten fan de wrâld op in rychje sette moat, leart it measte fan dy wrâld.

Om de relaasje tusken taal en wrâldoriïntaasje te yllustrearjen jouwe wy as foarbyld it tema 'Speurnoazen socht' út 'D'ropút'.

Yn it foarbyld spilet de taal in rol op de trije manieren dy't wy ûnderskieden ha:
1. Begrypsfoarming: learkrêft en bern hâlde in petear oer de begripen fan de praatplaat.
2. Mûnlinge taalfeardichheid: bern dogge mei oan it petear en harkje nei it ferhaal '…'.
3. Skriftlike taalfeardichheid: bern meitsje de opdrachten by de praatplaat en it ferhaal.

2.8.13.4 Wrâldoriïntaasje yn it Frysk en it Nederlânsk

De measte skoallen brûke in Nederlânske metoade foar wrâldoriïntaasje/de saakfakken. Foar it Frysk is yn de rin fan de jierren ek in protte wrâldoriïntaasjemateriaal útkommen. Wrâldoriïntaasje kin dus plak fine yn beide talen. Mei oare wurden: de fiertaal kin sawol Nederlânsk as Frysk wêze.
Om ta in goede ôfstimming te kommen, moat der foarwurk dien wurde. Wy sette de stappen foar groep 3/4 op in rychje:
1. Besjoch de tema's yn de Nederlânske metoade en it Fryske materiaal.
2. Sykje de mienskiplike tema's út. Under 'mienskiplik' fersteane wy de (oerienkomstige) tema's dy't sawol yn de Nederlânske metoade as it Fryske materiaal foarkomme.
3. Stel de wrâldoriïntaasjetema's foar it kommende jier fêst. De mienskiplike tema's sille dêr in wêzentlik part fan útmeitsje.
4. Sykje by elk tema de kearnbegripen yn it Nederlânsk en it Frysk.
5. Besjoch oft de kearnbegripen ek by it taalûnderwiis, sawol Nederlânsk as Frysk, oan de oarder komme kinne.
6. Stel in globaal programma fêst foar it earste tema dat oan de oarder komt en soargje foar in passende ferdieling fan it Nederlânsk en it Frysk.

By dizze manier fan wurkjen is sprake fan in ferbining tusken wrâldoriïntaasje en de beide talen. Wa't sa wurket, fiert in yntegraal wrâldoriïntaasje-taalbelied út.

2.8.14 Taal en ekspresje

2.8.14.1 Ynlieding

Bern dogge de hiele dei yndrukken op. En nachts dreame se. Dy yndrukken en dreamen roppe gefoelens op; faak tinke se der ek oer nei; soms krije se der ideeën oer.
Wat yn in bern omgiet, moat der op de iene of oare manier ek út. Dat kin troch te bewegen: it bern huppelet oer de stoepe. Mei de stim kin it prate of sjonge. It bern kin him ek uterje mei de hannen: in figuer meitsje fan stientsjes, in daam bouwe yn in wetterpuozze. Noch in mooglikheid is de utering op papier: in tekening meitsje of in tekst skriuwe.

Ien fan de doelen fan de skoalle is de bern fierder te begelieden by harren uterings. Net allinnich moatte de bern yndrukken opdwaan (ferhalen hearre, ynformaasje lêze, ensfh.), it is ek nedich dat se leare om dy yndrukken op in goede manier te uterjen. Ympresje freget om ekspresje. Dat is ien kant fan de saak. De oare kant is dat de bern troch har op in goede manier te uterjen, ek leare. Troch ekspresje ferwurkje se de yndrukken. Ferwurkjen betsjut dat it troch har hinne giet; de yndrukken komme teplak.

2.8.14.2 Ekspresje mei taal

Nêst it eigen lichem is taal ien fan de meast direkte ynstruminten fan ekspresje. As de taal behearske wurdt, is dy daliks beskikber. It bern fertelt yn in petear, sûnder tuskenkomst fan oare 'ynstruminten', wat it belibbe hat. Dat direkt beskikber wêzen fan taal jildt allinnich foar it mûnlinge taalgebrûk. By skriftlike taal is de utering minder direkt.

Wy meitsje dus ûnderskied tusken mûnlinge en skriftlike ekspresje. It wurd 'skriftlik' seit al dat de ekspresje op skrift plak fynt. Mei oare wurden: der komme tekens oan te pas. Dy tekens moatte mei 'ynstruminten' werjûn wurde, bygelyks de pinne of de kompjûter. Dêrom is in skriftlike utering minder direkt as in mûnlinge.

Yn groep 3/4 komme de folgjende foarmen fan mûnlinge taalekspresje foar (wy brûke hjir ekspresje yn in brede betsjutting fan it wurd):
* Spontaan prate, bygelyks as it bern wat fertelt oan de learkrêft of yn it rûntepetear.
* In rymke opsizze of gedicht foardrage; hjirby komt de ekspresje ta utering yn de manier wêrop't it dien wurdt.
* In selsbetocht ferhaal fertelle.
* In ferhaal spylje yn de poppekast.
* In toanielstikje opfiere.

De measte bern uterje har mûnling spontaan. Der binne lykwols ek bern dy't har net sa gau uterje. It is krekt as moatte sy oer in drompel hinne. Ien fan de manieren om har te helpen, is it tagelyk te dwaan. Mei oare wurden: mei elkoar in ferske opsizze, it brûken fan de rappegaai-metoade (sjoch haadstik 7.9.), it hâlden fan in twapetear.
Yn alle gefallen is it nedich dat der in feilich klimaat yn de groep hearsket. Sa'n klimaat noeget de net-praters út om oer de uteringsdrompel te stappen.

Yn groep 3/4 komme de folgjende foarmen fan skriftlike taalekspresje foar (ekspresje brûkt yn de brede betsjutting fan it wurd):
* Wurden yn in tekening skriuwe.

* Sinnen yn in tekening skriuwe.
* Sinnen yn praatwolkjes skriuwe.
* In ferhaaltsje by in striptekening skriuwe.

* In ferhaaltsje ôfmeitsje.
* In ûnderskrift by in plaat/foto skriuwe.
* In tekst skriuwe oer in eigen ûnderfining.
* In twadde sin rymje litte op de sin dy't der al stiet.
* In rymke meitsje.

2.8.14.3 Ekspresje yn it Frysk en it Nederlânsk

In bern fielt him it meast fertroud yn it hûs dêr't it wennet. Dat is ek sa mei it eigen taalhûs, mei oare wurden: de memmetaal. Ekspresje is it nei bûten bringen fan wat binnenyn libbet. Dat hat ek te krijen mei fertrouwen: de bern moatte har fertroud fiele om har te uterjen. It sprekt fansels dat de memmetaal dêr it meast gaadlik foar is. Dat jildt yn earste ynstânsje foar de mûnlinge ekspresje: spontaan wat fertelle of in (selsbetocht) ferhaal fertelle. Nederlânsktalige bern brûke ek by it spyljen fan in rol - yn de poppekast of yn de boartershoeke - har eigen memmetaal. By Frysktalige bern sjocht men faak dat sy by dizze foarm fan taalekspresje it Nederlânsk brûke. Foar har feroaret de taal tagelyk mei de 'feroaring fan persoan'.
Faaks is it spyljen fan in rol in goede manier om oer de praatdrompel fan de twadde taal te kommen. Sa kinne Nederlânsktalige bern yn it rollespul leare om har te uterjen yn it Frysk. Mar net earder as sy dêroan ta binne. Foarop stiet de ekspresje yn in fertroude situaasje, dus yn de memmetaal. Op it twadde plak komt it doel fan it oanlearen en brûken fan de twadde taal.

By de skriftlike taalekspresje leit de situaasje justjes oars. De gaadlikste situaasje soe wêze dat de bern it lêzen en skriuwen yn groep 3 tagelyk yn it Frysk en it Nederlânsk oanleare. Dan kinne sawol de Frysktalige as de Nederlânsktalige bern by de skriftlike ekspresje yn earste ynstânsje har eigen memmetaal brûke. Letter kinne se ek de teksten yn de twadde taal skriuwe. Lykwols fierwei de measte skoallen leare de bern lêzen en skriuwen yn it Nederlânsk. Der is dan mar ien mooglikheid foar de skriftlike taalekspresje: it Nederlânsk. As de skoalle letter de bern de Fryske stavering oanleart, kinne se ek Fryske teksten skriuwe.

2.8.15 Petearen

2.8.15.1 Ynlieding

Yn haadstik 7.6. binne de petearen beskreaun. Dêr komme doelen, organisaasje, petearen en twataligens op it aljemint. Under it kopke *Organisaasje* kamen de folgjende petearen oan de oarder:
- it omgongspetear: spontaan;
- it rûntepetear: yn de rûnte mei de hiele groep;
- it groepspetear: mei in lyts groepke bern.

Fan dizze trije petearfoarmen binne foar groep 1 en 2 foarbylden jûn. Hjir folget in beskriuwing fan in groeps- en in rûntepetear yn groep 3 en 4.

2.8.15.2 Foarbylden

Groepspetear

Juf	Sjoch ris nei dit boek. Wa soene dat wêze?
Bern A	In frou en in famke!
Bern B	Dat is de mem en dat har famke.
Juf	Ja, soene se wiis mei elkoar wêze?
Bern	Ja.
Juf	Hoe kinst dat sjen?
Bern C	Se krûpe elkoar oan.
Juf	Ja, de mem hat de earm om har dochterke hinne. De titel fan it boek is *Wat is in oannommen bern?* Wa wit wat in oannommen bern is?
Bern C	Dan komme se út in oar lân.
Juf	Dat kin wol, mar dat hoecht net! Harkje mar nei it ferhaal, dan witte jimme dêrnei fêst wol wat in oannommen bern is.

Rûnte- en twapetear

Juf *Ik jou jimme allegear in nûmer, in ien of in twa. Alle nûmers ien meie in foarwerp pakke. Mei jim buorfrou of buorman, de nûmers twa, prate jimme oer it foarwerp. Jimme fertelle elkoar wat jimme wol ris mei sa'n foarwerp dien hawwe. Wat barde der doe?*

Twapetear oer filtstiften

Bern A Ik ha thús ek filtstiften en in kleurboek. Filtstiften hawwe moaiere kleuren as potleaden.
Bern B Ik teken altijd met filtstiften, maar soms willen ze niet meer.
Bern A Dat komt, do dochst... jij doet de doppen er niet op.

Twapetear oer in swimbroek

Bern C (famke) *Dit is foar jonges. Ik ha in bikiny.*
Bern D (in jonge) Ja, dat is foar jonges. It is in swimbroek, ik ha ek in swimbroek.
Bern C Is dyn swimbroek ek sa?
Bern D Nee, hy hat in oare kleur. Minen is blau.
Bern C Myn bikiny is read. Read is de moaiste kleur!

It weromkeppeljen

Juf De nûmers twa meie fertelle wêr't jimme tegearre oer praat hawwe. Begjin do mar B.
Bern B A heeft thuis viltstiften en ik ook. Ik teken er altijd mee, maar soms willen ze niet meer.
Juf Hoe kin dat?
Bern B Dan zijn ze leeg!
Juf Wa fan de oare bern hat dat ek wol ris, do Jan?
Jan Ja, ik soe in tekening foar beppe meitsje, mar doe woene se net mear. Doe ha 'k wasko pakt.

2.8.15.3 Petear yn in lytse groep

Ynteraksje tusken bern en learkrêft en tusken bern ûnder elkoar is fan grutte betsjutting foar de taalûntjouwing fan bern. Yn de praktyk docht bliken dat in grut rûntepetear net folle opsmyt, om't de bern minder belutsen binne. De kâns dat se wat sizze meie, is lyts. Sa komt it dat guon bern it petear net mear folgje. Boppedat fiele lang alle bern har net wis genôch om yn de grutte groep wat te sizzen.
De measte ynteraksje fynt plak yn de lytse rûnte, ek wol it tafelpetear neamd. Om it tafelpetear mooglik te meitsjen, moatte de oare bern har in skoftke sûnder de learkrêft rêde kinne. Dêrom is it nedich dat de bern leare om selsstannich te wurkjen.

2.8.15.4 Foarbyld fan in tafelpetear

De learkrêft fan groep 3 en 4 hat fiif bern by in tafel noege. Op 'e tafel leit in map mei droege planten. De bern hawwe in skoftke lyn in tal plantsjes meinommen en dy ûnder in plantepers lein. No wol de learkrêft dêr mei it groepke oer prate.

Arjen, Jorn, Marrit, Joke en Tom sitte om de tafel hinne. De oare bern binne yn groepen selsstannich oan it wurk.
Juf slacht de map iepen by in droech bûtergieltsje en freget: Witte jimme wat ik hjir ha?
Tom Dat hat Peter meinommen. It is in opdroege plantsje.

Joke	It is platdrukt.
Juf	Dat is sa, de plantepers hat it plantsje plat makke.
Marrit	Wat hat it rare woartels.
Arjen	Se binne bol.
Juf	Ja, dat binne woartelknoltsjes. Wêrom hat it bûtergieltsje dat, Jorn?
Jorn	Om te groeien.
Arjen	Dêr sit iten yn.
Juf	Fynsto dat ek, Tom?
Tom	Ja, it is iten foar it bûterplantsje.
Arjen	Sa hjit it net. It is speenkruid.
Tom	Nee, it is it bûterplantsje.
Juf	De Nederlânske namme is speenkruid. Yn it Frysk hjit it bûtergieltsje. No slaan ik in bledside om. Wat is hjir te sjen?
Marrit	Wer in platte blom.
Joke	In bûterblom. Dy hat ek giele blomkes.
Tom	Krekt sa as it bûterblomke.
Joke	Bûtergieltsje.
Arjen	Mar it is oars. De woartels binne oars.
Tom	En de blêden.

2.8.16 Ynteraksje: fragen en koöperaasje

2.8.16.1 Ynlieding

Jonge bern leare taal net út in boekje, mar troch te harkjen nei en te praten mei oaren. Dat neame wy ynteraktyf leare. Op skoalle is it taalûnderwiis sa ynrjochte dat der ynteraksje is, ynteraksje tusken de learkrêft en de bern en tusken de bern ûnder elkoar. It is belangryk dat bern sels oan it wurd komme. Fragen fan de learkrêft kinne dêrby in rol spylje, mar binne net it belangrykst. It giet om de ynbring fan de bern sels.
De ynteraksje is it meast yntinsyf, as bern yn lytse groepkes oan in mienskiplik doel wurkje. Dat wurdt koöperatyf learen neamd.

By ynteraksje binne trije wurkwizen fan belang:
* Romte jaan oan de eigen ynbring fan de bern.
* Troch it stellen fan passende fragen de bern ta it produsearjen fan taal bringe.
* Koöperatyf learen.

Eigen ynbring
Bern leare de taal it bêste troch de taal sels te brûken. It eigen inisjatyf is dêrby belangryk. Bern prate oer wat har dwaande hâldt. Om dat proses te stimulearjen, hat de learkrêft in bepaalde rol. Net útdruklik, mar mear op ’e achtergrûn. Hy stelt wat oan de oarder en lit de bern reagearje, jout ûnder de ynbring fan de bern sels koarte reaksjes (mmm, ja, fynst dat?), herhellet in belangrike bydrage en spilet dy sa troch nei oaren, lit stiltes falle. Sa soarget de learkrêft derfoar dat de bern romte krije foar taalynbring.

Passende fragen
Fragen fan de learkrêft stjoere de ynbring fan de bern. Dat is foaral it gefal mei sletten fragen, bygelyks: watfoar letter is dit? Mar der is ek in manier fan freegjen dy’t de bern mear romte jout foar eigen taalynbring. De learkrêft stelt dan iepen fragen, bygelyks:
Wat fynst derfan?
Wêrom tinkst dat?
Hoe koe dat?
Kinst dêr wat oer fertelle?
Troch it stellen fan iepen fragen, nimt de ynteraksje ta.

Koöperatyf learen
By koöperatyf learen wurkje de bern yn heterogene groepkes oan in mienskiplik doel. Se leare dus mei elkoar en fan elkoar. Koöperatyf learen foldocht oan de folgjende prinsipes:
* Koöperaasje
De bern binne fan elkoar ôfhinklik om it doel te berikken. Se moatte dus oerlizze en by it groepsbarren belutsen wêze, oars wurdt it doel net helle.
* Yndividuele ferantwurdlikheid
Elk bern leveret in eigen bydrage oan it gehiel. Foar dy bydrage is it bern sels ferantwurdlik.
* Ynteraksje
Om't de bern mei elkoar oparbeidzje, is der in yntinsive ynteraksje. Se prate mei elkoar oer de opdracht, de wurkferdieling en de fuortgong fan de aktiviteiten.
* Sosjale feardichheden
Koöperaasje freget om sosjale feardichheden: goed harkje, elkoar helpe, posityf reagearje, ensfh. Dy feardichheden sille de bern leare moatte.
* Hifkjen fan it groepsproses
De learkrêft sjocht mei de bern werom op 'e aktiviteit. Dêrby giet it sawol om it resultaat (is it ynhâldlike doel berikt?) as om it proses (hoe ferrûn de koöperaasje?).

2.8.16.2 Doelen

By ynteraktyf en koöperatyf learen op it gebiet fan taalûnderwiis binne der trije doelen:
* It taaldoel as ynhâldlik doel, bygelyks de bern meitsje yn groepkes in boek oer in ramp (sjoch paragraaf 8.1.).
* It taaldoel as prosesdoel: troch de ynteraksje leare de bern better harkjen en praten.
* It koöperative doel: troch it groepsproses leare de bern sosjale feardichheden.

2.8.16.3 Stappen

As de learkrêft ynteraktyf en koöperatyf learen tapasse wol by in taalaktiviteit, moatte der antwurden komme op in tal fragen. De learkrêft moat in soarte fan stappeplan yn de holle ha:

1. Hokker ûnderwerp komt oan de oarder?	Bygelyks it ûnderwerp 'Rampen' (sjoch paragraaf 8.1.).
2. Watfoar doelen moatte de bern berikke?	Sjoch hjirboppe by 'Doelen'.
3. Wat moatte de bern dwaan?	Bygelyks in boek oer ien fan de rampen meitsje.
4. Hokker koöperative wurkfoarm(en) komme oan de oarder?	Bygelyks yn twatallen safolle mooglik fragen betinke oer it ûnderwerp.
5. Hokker bern komme yn in groep?	De groep moat heterogeen wêze.
6. Watfoar ôfspraken jilde ûnder it wurkjen?	Bygelyks: súntsjes prate, by de groep bliuwe, ensfh.
7. Hoe fynt de evaluaasje plak?	De bern presintearje de ynhâld fan har boek. Se jouwe ek oan hoe't it groepsproses ferrûn is.

2.8.16.4 Koöperative wurkfoarmen

Om de koöperaasje tusken bern sa optimaal mooglik ferrinne te litten, kin in tal wurkfoarmen tapast wurde, bygelyks:

* Twa bern komme ta ien antwurd op in fraach	De learkrêft stelt in fraach. Elk bern betinkt it antwurd. De beide bern komme ta ien antwurd. Klassikale útwikseling fan de antwurden.
* Twa bern betinke safolle mooglik antwurden	De learkrêft stelt in fraach.

	De bern betinke tegearre safolle mooglik antwurden. Klassikale útwikseling fan de antwurden.
* Fjouwer bern tinke nei en jouwe antwurd	De learkrêft freget de bern om har miening te jaan. De bern tinke nei. Se jouwe om de beurt har miening.
* Wurkje mei twa bern yn in groep fan fjouwer	De learkrêft jout in opdracht oan in groep fan fjouwer. De beide duo's binnen de groep sykje ynformaasje. De duo's wikselje de ynformaasje út. De groep makket op basis fan de ynformaasje in produkt.
* In ynterview yn in groep fan fjouwer	De groepsleden stelle om de beurt in fraach oan in bern.
* Fjouwer bern meitsje in spin	Op in grut blêd papier komt yn de midden in wurd (it liif fan de spin; dêrút wei rinne acht linen (de poaten). De bern tinke nei. Om de beurt sizze se in wurd of sin. As der oerienstimming is, wurdt it wurd of de sin by ien fan de poaten opskreaun. Klassikale presintaasje fan de spinnen.

2.8.16.5 Frysk en Nederlânsk

De ynteraktive en koöperative wurkwize kin tapast wurde foar beide talen.

2.8.16.6 Praktyk

Wy nimme as foarbyld it ûnderwerp 'Rampen' út paragraaf 8.1.

* It ûnderwerp wurdt taspitst op in taalaktiviteit: it meitsjen fan in ynformatyf boek oer in ramp.
* As doelen hat de learkrêft yn de holle: it betinken fan fragen, it sammeljen fan antwurden op dy fragen (ynformaasje), it skriuwen en yllustrearjen fan teksten en oerlis yn de groep (sosjale feardichheden).
* De bern kieze yn goed oerlis ien fan de rampen fan de praatplaat.
* De bern betinke yn duo's safolle mooglik fragen oer dy ramp; de fragen fan beide duo's wurde ferlike.
* Elk bern siket it antwurd op ien of mear fragen út ienfâldige ynformative boekjes.
* De bern ferdiele de taken: teksten op 'e kompjûter, it meitsjen fan in foarkant, it meitsjen fan in yllustraasje, ensfh.
* De groepen presintearje har boek en fertelle hoe't it proses ferrûn is.

2.8.17 Hoeken

2.8.17.1 Ynlieding

Yn haadstik 7.12. binne de hoeken yn it algemien beskreaun. Foar de beskriuwing fan de doelen, begjinsituaasje, organisaasje en twataligens ferwize wy nei dat haadstik. Yn haadstik 7.4. oer *It kommende letterjen* binne de lês- en de skriuwhoeke fan groep 1 en 2 beskreaun. Hjir folget in beskriuwing fan trije hoeken dy't gaadlik binne foar groep 3 en 4. Fansels kin in hoeke nei in bepaalde tiid wer ferfongen wurde troch in oare. Dat jildt net allinne foar de aktualiteitshoeke.

8.17.2. De winkelhoeke

Ynrjochting
In toanbank mei kassa en jild, beurs, opskriuwboekje en pinne, telefoan, in ferskaat oan lege doaskes, potsjes, fleskes yn rekken, skalen/kuorkes mei sabeare suertsjes, priiskaartsjes, papieren pûdsjes, reklamebledsjes fan supermerken, skealjes, in tas foar de boadskippen, papier en skriuwark, reklameposters, etikettearstrookjes sa as: winkel, toanbank, kassa, rek.

Aktiviteiten
- De bern oerlizze oer de prizen, meitsje priiskaartsjes, reklamebledsjes en posters.
- De bern diele de rekken yn: watfoar artikels moatte by elkoar en wêr moat de reklame hingje?
- De bern ferdiele de rollen, ien is ferkeap(st)er, twa oaren binne klanten.
- De klanten meitsje in boadskiplistke, pakke de beurs en boadskiptas en helje de artikels op; de ferkeaper rekkenet mei har ôf. Mei oare wurden it rollespul wurdt spile.

Nei in skoftke wurde de rollen omwiksele. Op ’e toanbank lizze kaartsjes, papier en filtstiften, sadat de ferkeapster noch reklamestunten of priiskaartsjes meitsje kin. De beide oare bern meitsje yn oerlis of apart fan elkoar in boadskiplistke. As de bern in triuwke nedich hawwe, jout de learkrêft har in opdracht. Bygelyks: jimme hawwe moarn in feestje en bakke dêrfoar in taart. Wat moatst der allegear foar keapje? Skriuw it op it boadskiplistke en helje it út de winkel.

8.17.3. De biblioteekhoeke

Ynrjochting
In baly mei in kompjûter en boekesensorke, kassa, rekken mei boeken, tydskriften, rek mei reklamefolders, boeke- en gedichteposters, etikettearkaartsjes mei Frysk en Nederlânsk derop en in flachje, losse blanko kaartsjes, in biblioteekpaske, papier en skriuwark, kaartsjes mei dêrop printeboeken, natuerboeken, ferhaleboeken.

Aktiviteiten
- De bern meitsje kaartsjes om de oandacht op bepaalde boeken te rjochtsjen, bygelyks: nije boeken - nij/nieuw, by in fielboekje - fiel/voel.
- De bern prate ôf wêr’t de boeken dy’t besjoen/lêzen binne, wer ynlevere wurde moatte, bygelyks yn in doaze.
- De bern meitsje in oanfolling op it tal reklamefolders.
- De bern meitsje fan strookjes papier boekelizzers, bygelyks as aardichheidsje foar de klanten.
- De bern ferdiele de rollen, ien is de biblioteekmeiwurker, de oaren binne klanten.
- De klanten moatte by de baly lâns as se boeken liene, se kinne de meiwurker ek freegje om in spesjaal boek; se spylje it rollespul.

De learkrêft kin derfoar kieze om op ’e rêch fan de Fryske boeken in pompebledsje te plakken en de Nederlânske boeken bygelyks in read-wyt-blau flachje te jaan.

8.17.4. De aktualiteitshoeke: it sikehûs

De aktualiteitshoeke sil faker feroarje, om’t dy oanslút by de aktualiteit en belangstelling fan de bern. As fiskjen en de sleat hiel bot yn de belangstelling steane, sil der bygelyks in *ûnder-wetter hoeke* komme en as der in protte belangstelling foar sifers en mjitten is, kin der in *rekken- en mjithoeke* komme. Leit der in bern út ’e groep yn it sikehûs, dan is in *sikehûshoeke* aktueel. Wy kieze hjir foar de sikehûshoeke.

Ynrjochting
In ôfskerme hoeke mei wite lekkens as in keamer fan it sikehûs (bygelyks op etikettearstrook: keamer 10), in wite doktersjas (kin ek in wyt boesgroentsje wêze), stetoskoop, eachtestkaart, wite skelk, toffels, prikboerd mei kaarten, (in) bêd(en) mei kessen, lekken en tekken, piama, duster, pasjintesteat, taffeltsje/kastke, krukken, koesers, poppen, tydskriften, boeken, board, beker en bestek, echt fruit, etikettearkaartsjes, papier en skriuwark.

Aktiviteiten
- De bern oerlizze mei elkoar wat der op de pasjintesteat stean moat, bygelyks hoefolle bekers drinken, pillen of fruit in pasjint kriget.
- De bern meitsje in nammekaartsje foar de pasjint en dokter en prate ôf watfoar syktes of krupsjes de pasjinten ha kinne. Ien kin ek rinnend pasjint wêze.
- De bern meitsje in kaart om oan in sike te stjoeren.
- De bern ferdiele de rollen en spylje it rollespul. Njonken de dokter, ferpleechster en pasjint, kinne der ek minsken by de sike op besite komme.

Yn de hoeken wurdt de fiertaal dy't ôfpraat is, safolle mooglik stimulearre. Dat kin de learkrêft stjoere. As de fiertaal bygelyks Frysk is en der meie fjouwer bern yn in hoeke boartsje, dan kiest de learkrêft yn dat gefal foar trije Frysktaligen en ien Nederlânsktalich bern. Sa kin it Nederlânsktalige bern fan de Frysktaligen leare. Oarsom is dat faaks minder nedich, om't út observaasjes bliken docht dat Frysktalige bern frij gau oer de Nederlânsktalige praatdrompel hinne binne.

2.8.18 De alfabet-muorre

2.8.18.1 Ynlieding

Bern komme al ier yn oanrekking mei letters. Sy neame de earste letter fan har namme en wolle dy letter ek 'skriuwe'. Boppedat leare se as pjut of beuker al alfabet-ferskes. De

kombinaasje fan klanken neame en de korrespondearjende letters sjen, komt al yn de beukerbou oan de oarder. In passend helpmiddel dêrby is de alfabet-muorre. De alfabet-muorre kin ek yn groep 3 ynset wurde.

Op 'e alfabet-muorre steane alle letters fan it alfabet. Sawol de print- as de skriuwletters binne op kleure kaartsjes werjûn, de lûden bygelyks op in grien en de bylûden op in read kaartsje. Under de letters is romte foar nammen, wurden, tekeningen en piktogrammen. Wurden dy't by mûnlinge of skriftlike aktiviteiten foar de bern betsjutting krigen ha, kinne ûnder de letters komme, bygelyks it wurd 'sinne' ûnder de s. Dy wurden binne kaaiwurden foar de bern, dêr't se bygelyks taalspultsjes mei dogge of dy't as foarbyld tsjinje by it skriuwen.

2.8.18.2 Doelen

De alfabet-muorre is in middel om de folgjende doelen te berikken:
De bern leare it alfabet, sawol yn lûden (a, bu), 'alfabet-lûden' (aa, bee) as letters (a,b).
* De bern leare dat de klanken yn wurden korrespondearje mei bepaalde letters. Mei oare wurden: bern krije ynsicht yn it alfabetyske prinsipe. It wurdt ek wol sa sein: bern kinne fonemen (klanken) ferbine mei grafemen (letters).
* De bern leare it ûnderskied tusken de betsjutting en de foarm fan wurden. De betsjutting wurdt bygelyks dúdlik yn de ynteraksje tusken learkrêft en bern, de foarm komt op 'e alfabet-muorre.

2.8.18.3 Aspekten

By it wurkjen mei de alfabet-muorre wurde de folgjende aspekten ûnderskieden:
* De lytse letters komme oan de oarder, as de alfabet-muorre bestiet út de lytse print- en skriuwletters.
* De haadletters komme oan de oarder, as de alfabet-muorre bestiet út haadletters yn print- en skriuwfoarm.
* Wurden dy't foar de bern betsjutting krigen ha, komme as kaaiwurden op 'e alfabet-muorre, bygelyks wurden út in ferske, in ferhaal of de ynbring fan bern.
* As in bepaald tema oan de oarder is, komme de wurden fan dat tema op 'e alfabet-muorre. Sa ûntsteane der tematyske alfabet-muorren.
* Op 'e alfabet-muorre wurde drege wurden opnommen (wurdskatútwreiding).
* Mei de letters en wurden fan de alfabet-muorre wurde taalspultsje dien, bygelyks wurden sykje mei deselde begjinletter as it kaaiwurd; rymwurden by in kaaiwurd betinke.
* De alfabet-muorre jout oanlieding ta lêsaktiviteiten, bygelyks de kaaiwurden lêze; in boerdtekst mei kaaiwurden lêze.
* De alfabet-muorre jout oanlieding ta skriuwaktiviteiten, bygelyks rymwurden by kaaiwurden skriuwe; in tekst skriuwe nei oanlieding fan in kaaiwurd; in wurdboekje meitsje; in alfabet-boek (oer boartersguod, dieren, ensfh.) meitsje.

2.8.18.4 Frysk en Nederlânsk

De alfabet-muorre kin by it ûnderwiis yn it Frysk (Frysk as fak en fiertaal) en it Nederlânsk (Nederlânsk as fak en fiertaal) brûkt wurde. Ien fan de útgongspunten by it oanlearen fan twa of mear talen is it skieden brûken fan de talen. Dêrom soene yn it lokaal twa alfabet-muorren komme moatte, de iene foar Fryske en de oare foar Nederlânske kaaiwurden.

2.8.18.5 Praktyk

It begjin
De learkrêft makket sels it begjin fan de alfabet-muorre: kleure kaartsjes mei de lytse print- en skriuwletters, dy't opplakt wurde op in papierrol of karton.

De yntroduksje fan de alfabet-muorre kin plak fine mei in alfabet-ferske of in alfabet-boek mei oanslutend in petear mei de bern. In oare mooglikheid is om út te gean fan de nammen fan de bern en dy ûnder de korrespondearjende letter te hingjen.

Aktiviteiten
Wy nimme as foarbyld it ûnderwerp 'Rampen' út paragraaf 8.1.
* De bern hawwe yn in koart rûntepetear oer de stoarm ferteld.
* Nei oanlieding dêrfan komt de folgjende tekst op it boerd:

De wyn is sterk.
It is in stoarm.
It dak lekt.
In tûke brekt.
De tûke falt op 'e dyk.
Wat komt dêr oan?
In auto.
Boem, yn it wetter.

* De bern lêze de tekst.
* De bern kieze twa kaaiwurden: wyn en wetter. Se betinke in sin dêr't beide wurden yn foarkomme.
* Hokker wurden rime?
* De dakken … en de tûken …
Dy rymwurden komme ek op 'e alfabet-muorre. Om't se rime, wurde se ferbûn mei in toutsje.
* De bern betinke mear wurden dy't rime op lekke en brekke.
* De bern meitsje in rymke mei de betochte rymwurden.

2.8.19 It nijsprikboerd

2.8.19.1 Ynlieding

Bern komme alle dagen yn oanrekking mei nijs. Thús wurdt nijs útwiksele. Freonen en freondintsjes hawwe wat meimakke en fertelle dat. Foar radio en televyzje wurdt nijs útstjoerd. Yn kranten en tydskriften stiet ek nijs. Nijs kin brûkt wurde om der wat fan te learen. In middel om it nijs sichtber te meitsjen en te oarderjen is it nijsprikboerd.

De namme seit it al: in nijsprikboerd is in boerd om nijs op te prikken. Dat kin in prikboerd wêze dat al yn it lokaal hinget, mar ek in nij prikboerd, spesifyk foar dit doel. It is ek mooglik om sels in prikboerd fan karton te meitsjen. Dat kin yn de foarm fan in trein mei wagons of in flat mei ferdjippings. Elke wagon of ferdjipping wurdt brûkt foar in nijsrubryk.

2.8.19.2 Doelen

It wurkjen mei it nijsprikboerd hat ferskillende doelen:
* De bern wurde har bewust dat de wrâld yn en bûten skoalle mei elkoar yn relaasje steane: mei it nijs wurdt de wrâld yn skoalle helle.
* De bern wurde har bewust dat der ferskillende soarten teksten binne: net allinnich de teksten yn de lêsmetoade of yn boeken, mar ek teksten yn kranten en tydskriften.
* De bern prate oer teksten en wurde har sa bewust dat se derfan leare kinne.
* De bern wurde har bewust dat se fierder wurkje kinne mei it ûnderwerp fan it nijsberjocht: se lêze en skriuwe deroer.

2.8.19.3 Aspekten

Wa't gebrûk makket fan nijsberjochten yn de groep, hat de mooglikheid ûnderwiis yn gearhing te jaan. Ferskillende ûnderwiisaspekten krije omtinken om ien ûnderwerp hinne:
* It ûnderwerp wurdt ferkend: wrâldferkenning.

* Bern en learkrêft prate oer it ûnderwerp: mûnlinge kommunikaasje.
* De bern brûke it nijsberjocht foar lêsoefeningen: technysk lêzen.
* De bern lêze oer it ûnderwerp, oer it berjocht sels of ynformaasje nei oanlieding fan it berjocht: begripend lêzen.
* De bern skriuwe oer it ûnderwerp: kreatyf/ynformatyf skriuwen.

2.8.19.4 Frysk en Nederlânsk

It is dúdlik dat sawol Fryske as Nederlânske berjochten foar behanneling yn oanmerking komme. De bern kinne sa no en dan de opdracht krije om út 'e krante in nijsgjirrich Frysk berjocht te sykjen. Om taalskieding oan te bringen kin de learkrêft kieze foar twa nijsprikbuorden, in Frysk en in Nederlânsk.

2.8.19.5 Praktyk

It begjin
It begjin fan it wurkjen mei in nijsprikboerd kin sawol by de bern as by de learkrêft lizze. As in bern in berjocht meinimt, is dat de oanlieding ta it wurkjen mei it nijsprikboerd. Oars nimt de learkrêft it inisjatyf. Sy nimt in nijsgjirrich berjocht mei en yntrodusearret dat mei: "No ha 'k wat bysûnders lêzen!" Dêrnei lêst se it berjocht foar en lit de bern derop reagearje.

Rubriken
Bern bringe ferskillende berjochten yn. Dy berjochten wurde yndield yn rubriken, bygelyks:
* Nijs fan de klasse: berjochten fan de bern sels.
* Nijs fan de skoalle: meidielings oer fakânsjes, húshâldlike meidielings, ensfh.
* Nijs oer feesten.
* Nijs oer de seizoenen.
* Nijs út it eigen wenplak (lokale/regionale krante).
* Sportnijs (kranten en tydskriften).
* Algemien nijs (kranten en tydskriften).

Aktiviteiten
As bern berjochten út kranten en tydskriften meinimme, wurde dy earst (foar)lêzen. Yn groep 3 en 4 sil meastal de learkrêft (in part fan) it berjocht foarlêze, om't de tekst noch te dreech is. Dêrnei wurdt deroer praat. De learkrêft kin de ynteraksje op gong bringe mei bygelyks de folgjende fragen:
* Wêrom hast dit berjocht meinommen?
* Wa hat dit nijs ek sjoen, heard of lêzen?
* Watfoar soarte fan tekst is it?
* Wat fertelt de foto oer de tekst?
* Wêr giet it fierder oer?
* Wat bist oer it ûnderwerp te witten kommen?
* Wat soest der noch mear oer witte wolle?
* Wêr soe it berjocht hingje moatte (yn hokker rubryk)?

De tekst kin oanlieding wêze foar oefenings yn it ramt fan begjinnend lêzen. Elk bern kriget in kopy en makket bygelyks de folgjende oefenings:
* Set in rûntsje om de letter… (bygelyks de letter dy't oan de oarder is).
* Set in streekje ûnder de lettergroep … (bygelyks oe, ie, ensfh.).
* Sykje de trije langste wurden op.
* Sykje de nammen yn it berjocht op.
* Betink rymwurden by … (in tal wurden út it berjocht jaan).

Is der mear ynformaasje oer it ûnderwerp op it nivo fan de bern, dan kinne se dy teksten ek lêze. Fierder is in ferfolchaktiviteit it skriuwen oer it ûnderwerp. In foarbyld: nei oanlieding fan

nijs oer de earste winterdei dat riden wurde koe, meitsje alle bern in ‘wintertekst’. De teksten wurdt in krante fan makke. Sa wurdt funksjoneel skriuwen ferbûn mei it nijsprikboerd.

2.8.20 Portfolio

2.8.20.1 Ynlieding

Wa’t wat moais makket, wol dat ek bewarje. Keunstners bewarje har foarstúdzjes en produkten yn in map. Dat neame se in portfolio. Sa kinne bygelyks yllustrators sjen hoe’t de produkten ta stân kommen binne en tagelyk kinne se de ûntwikkeling fan har eigen styl folgje.
Bern meitsje op skoalle ek produkten, bygelyks tekeningen, teksten en wurkstikjes. Dy kinne ek yn in map bewarre wurde. Dat neame wy in learlingportfolio. Is dy map inkeld foar it bewarjen fan taalprodukten, dan is der sprake fan in taalportfolio. Dizze paragraaf giet oer it taalportfolio.

In portfolio is in map dêr’t de produkten fan in bern op in systematyske wize yn sammele wurde. Sa kin de ûntwikkeling fan it bern folge wurde. It is dus in soarte fan ynstrumint om dy ûntwikkeling te ‘mjitten’. Dy funksje hat it portfolio foar de learkrêft. Mei it portfolio kin de ûntwikkeling fan it bern ek foar de âlders dúdlik wurde.
It portfolio is ek in middel om it bern aktyf by it learproses te beheljen. It kin weromsjen op wat makke is. Sa wurdt it motivearre om fierder te learen.

2.8.20.2 Doelen

Sawol foar it bern as foar de learkrêft hat it taalportfolio bepaalde doelen.
It bern
Troch it sammeljen fan taalprodukten is it bern belutsen by it taalûnderwiis, sjocht werom op syn ûntwikkeling en praat mei learkrêft en oare bern oer syn wurk.
De learkrêft
Troch it portfolio folget de learkrêft de (taal)ûntwikkeling fan it bern en praat dêr mei it bern sels, de kollega’s en de âlders oer.

2.8.20.3 Aspekten

By it wurkjen mei portfolio’s kinne de folgjende fazen ûnderskieden wurde:

Tariedende faze
Alle bern ha twa mappen, bygelyks fan karton. De iene map is foar it wurk dat yn in bepaalde perioade makke is (sammelmap). De oare map is foar it selektearre wurk út ’e sammelmap. Om’t de mappen in persoanlik dokumint binne, makket it bern sels in tekening foar de foarkant.

De faze fan it sammeljen
It bern sammelet de produkten yn de earste map, bygelyks tekeningen, teksten, wurkblêden, in oersjoch fan boeken dy’t it lêzen hat, foto’s en eventueel toetsen. Op ’e produkten komt de datum te stean.

De faze fan it selektearjen
Nei in moanne wurdt út ’e sammelmap in seleksje makke fan trije produkten. De selektearre produkten komme yn it definitive portfolio. De learkrêft helpt de jongste bern by de seleksje. Aldere bern kinne sels selektearje mei help fan bygelyks de folgjende kritearia:

- Kies it produkt datst it moaist fynst.
- Kies in produkt dat noch better kin.
- Kies in produkt datst mei in groepke makke hast.

De faze fan de refleksje
De seleksje jout oanlieding om werom te sjen op it wurk dat it bern makke hat. It sjocht dêr in ûntwikkeling yn en rekket sa aktyf belutsen by syn eigen learproses. De learkrêft bepraat mei it bern, wêrom't it krekt dy produkten selektearre hat foar it definitive portfolio. De antwurden fan it bern komme ek op papier en wurde taheakke oan it portfolio.

2.8.20.4 Frysk en Nederlânsk

Ofhinklik fan de fiertaal wurde der Fryske en Nederlânske teksten skreaun. De bern wurde har noch better bewust fan de ferskillende talen, as se in Fryske en in Nederlânske map ha.

2.8.20.5 Praktyk

It begjin
De learkrêft lit twa mappen sjen en leit de bedoeling fan it portfolio út. De bern meitsje der in omslach foar.
Der giet in brief nei de âlders dêr't de bedoeling yn útlein wurdt.

Aktiviteiten
De bern sammelje in moanne lang har produkten yn de sammelmap. Se prate dêr ûnder elkoar en mei de learkrêft oer. Oan de ein fan de moanne folget de seleksje fan trije produkten, dy't yn it definitive portfolio komme.

Kommunikaasje âlders
De âlders krije op in middei op skoalle útlis oer it portfolio fan har eigen bern. Sa krije se in oersicht wat yn de lêste perioade oan de oarder west hat en hokker ûntwikkeling har bern trochmakke hat.
Op bepaalde data geane de beide mappen mei nei hûs. Yn in brief wurdt frege om kommentaar. Boppedat kinne de âlders in pear produkten selektearje foar it definitive portfolio.

Kommunikaasje kollega's
It portfolio is ek in gaadlik middel foar oerlis mei kollega's, bygelyks by it learlingbesprek. By de oergong nei in oare groep giet in seleksje fan it portfolio mei.

2.9 Haadstik 9: Taal foar groep 5 o/m 8

2.9.1 In projekt oer bouwe en wurk

Yn de buert fan de skoalle wurdt in âld bedriuwsgebou ôfbrutsen. De grûn is op dat plak fersmoarge en wurdt ôffierd. Dan komt der nije grûn op en in heimasine slacht lange peallen de boaiem yn. In grut boerd by de yngong fan it terrein jout oan dat der nije huzen boud wurde.

De bern komme by it terrein lâns en bliuwe geregeld stean om nei de aktiviteiten te sjen. It ûnderwerp komt ek oan de oarder yn de groep. De learkrêft en de bern beslute om der in projekt fan te meitsjen. Se hâlde earst in ynventarisaasje fan de ferskillende aspekten: sloop fan it bedriuwsgebou, smoarge grûn, skjinne grûn, ferfier, plattegrûn, bouplan, strjitten, betonnen peallen, heiwurk, oannimmer, boumaterialen, betonauto, timmerman, mitseler, sinkwurk, elektryske ynstallaasje, skilder, túnoanlis, ferhuzer.

De learkrêft tinkt nei oer de doelen fan it projekt. Hy beslút dat de doelen foaral rjochte binne op wrâldoriïntaasje en taal:
* De bern kinne fertelle hoe't de bou fan wenningen ferrint.
* De bern kinne nei oanlieding fan de wenningbou oanjaan hoe't yn de maatskippij it wurk ferdield is.
* De bern kinne de begripen dy't mei de wenningbou te krijen ha, útlizze.
* De bern kinne meidwaan oan ynteraktive wurkfoarmen oangeande de projektûnderwerpen, sa as it heien fan peallen, it bouwen fan wenningen, ensfh.
* De bern kinne teksten dy't mei wenningbou en wurkferdieling te krijen ha, begripend lêze.
* De bern kinne sels teksten oer de projektûnderwerpen gearstalle.

De earste beide doelen binne rjochte op wrâldoriïntaasje; de oare doelen ha te krijen mei taal.

De learkrêft makket in plan om it projekt yn te bouwen yn it lesprogramma. Hy beslút ta de folgjende opset:
1. De line fan de reguliere aktiviteiten
De programma's fan rekkenjen en Nederlânske taal wurde fuortset. As de rekken- en taalmetoade mooglikheden biede om aspekten fan it projektûnderwerp yn te bouwen, dan wurdt dêr gebrûk fan makke.
2. De line fan wrâldoriïntaasje
As útgongspunt foar wrâldoriïntaasje wurdt it tema 'Wurk' nommen, ien fan de tsien Fryske wrâldoriïntaasjetema's yn de rige foar groep 5/6. Yn dat tema komme ferskillende aspekten fan wurk oan de oarder: wurk thús, wurk op 'e buorkerij, wurk bûtendoar (de bou), wurk fan de timmerman yn it ferline, wurk binnendoar (it Ryksargyf), it wurkjen fan bern yn it ferline, it wurkjen fan bern yn earme lannen, de Wrâldwinkel.
Fierder giet de learkrêft nei oft en hoe't it projektûnderwerp ek yn de Nederlânske wrâldoriïntaasjemetoade of saakfakmetoades behannele wurdt.
3. De line fan taal
De begripen dy't by wrâldoriïntaasje oan de oarder komme, wurde fêstlein. Der ûntstiet in klassikale begripelist, dy't goed sichtber yn it lokaal hinget. De begripen dy't dêrop steane, sawol yn it Nederlânsk as it Frysk, foarmje de basis foar it taalûnderwiis. Fierder wurdt it ûnderwerp 'Wurk' út 'e Fryske taalmetoade behannele.

Utgongspunt foar it hiele projekt foarmet it barren om de wenningbou hinne. De learkrêft lit de bern dêroer in protte oan it wurd. Op in ynteraktive wize komme de bern al in soad oan de weet. Sa krije de begripen in folling.

Om de ynbring fan de bern sichtber te meitsjen, wurde de ferskillende boufazen fêstlein yn in

grutte tekening: it heien, it opbringen fan nije grûn, de flier, de muorren, ensfh. De tekening hinget yn it lokaal by de begripelist.

De bern sammelje fierder ynformaasje út boeken en fan ynternet. Nêst de eigen mediateek fan de skoalle kinne se terjochte yn de iepenbiere biblioteek.

Om de ynformaasje út 'e media ek in plak yn it projekt te jaan, wurdt it nijsprikboerd ynskeakele. De berjochten oer bou-aktiviteiten yn kranten en tydskriften komme op dat prikboerd. De rubriken dy't dêrby ûnderskieden wurde, binne lokaal, nasjonaal en ynternasjonaal nijs. De berjochten binne de oanlieding foar ferskillende taalaktiviteiten.

De bern presintearje har produkten oan de hiele groep. De reaksjes op de presintaasjes ferrinne ek wer op in ynteraktive wize.

De produkten dy't de bern meitsje - teksten, tekeningen en wurkstikken - komme yn har portfolio. Sa is te sjen hoe't it projekt troch de tiid hinne ferrûn is.

De learkrêft kiest út op watfoar tiden it Frysk en it Nederlânsk as fiertaal brûkt wurde.

2.9.2 It projekt neier besjoen

Wrâldoriïntaasje en taal binne mei elkoar ferbûn. Dat docht dúdlik bliken út it foarbyld yn paragraaf 9.1. Wrâldoriïntaasje kin net sûnder taal. En tagelyk jout wrâldoriïntaasje oanlieding ta taalûnderwiis.

Om mei it earste punt te begjinnen: taal spilet in belangrike rol by wrâldoriïntaasje:
* De bern fertelle oer de wenningbou yn de buert fan de skoalle.
* By de ynventarisaasje fan de aktiviteiten fynt útwreiding fan de wurdskat plak: sloop fan it bedriuwsgebou, smoarge grûn, ensfh.
* De bern sykje ynformaasje út boeken en fan ynternet.
* De bern nimme berjochten út kranten en tydskriften mei, dy't op it nijsprikboerd komme.
* De bern presintearje har produkten en krije dêr reaksje op.
* De bern lizze in portfolio oan (sjoch ek paragraaf 8.21.).

Wrâldoriïntaasje jout ek oanlieding ta taalûnderwiis:
* De bern lizze in begripelist oan: útwreiding fan de wurdskat.
* De mûnlinge feardichheid wurdt oefene.
* De bern oefenje it begripend lêzen mei teksten oer de projektûnderwerpen.
* It oefenjen fan it skriuwen fan teksten fynt plak yn it ramt fan it projekt.
* De bern oefenje de (Fryske) stavering op basis fan begripen út it projekt.
* De berjochten op it nijsprikboerd binne oanlieding ta taalaktiviteiten.
* Produkten yn it portfolio wurde brûkt foar bepaalde taalaktiviteiten.

Yn it projekt oer bouwen en wurk spilet taal dus twa haadrollen: taal yn de wrâldoriïntaasje en taal(ûnderwiis) út 'e wrâldoriïntaasje wei.
Yn it foarbyld yn paragraaf 9.1. kinne wy fjouwer aspekten oan taal ûnderskiede:

1. Taal yn wrâldoriïntaasje (sjoch hjirboppe)
De ynbring fan de bern is hjirby wêzentlik: ûnderfinings, berjochten.
De ynbring fan de learkrêft hat foaral in begeliedend karakter.
Materialen en media ha ek in ynbring: metoaden en ynformaasje út boeken en fan ynternet.
De ynbring fan bern, learkrêft en media is de basis foar de útfiering, dy't liedt ta produkten en de presintaasje dêrfan.

2. Taal út wrâldoriïntaasje wei (sjoch hjirboppe)
Ideaal soe wêze dat de learkrêft it proses sa stjoert dat it taalûnderwiis (foar in part) basearre is op it projekttema. Mei oare wurden: taalaktiviteiten komme fuort út wrâldoriïntaasje. De bern oefenje taal yn gearhing mei wrâldoriïntaasje.

3. Taal yn it ramt fan in metoade
Yn de praktyk is it meastal net mooglik alle taalaktiviteiten te ferbinen mei wrâldoriïntaasje, om't de skoalle in Nederlânske taalmetoade brûkt. Dy metoade hat in bepaalde learline, dy't folge wurde moat om de doelen te berikken. Foar de Fryske taalmetoade leit dat oars. Dêr hoege de tema's net yn de oanjûne folchoarder behannele te wurden.

4. Frysk en Nederlânsk as fiertaal
Frysk en Nederlânsk as fak kinne ferbûn wurde mei it projekt. Wol is it sa dat de Nederlânske taalmetoade dat faak net talit (sjoch punt 3). It Frysk jout mear mooglikheden foar tematysk wurkjen. It Frysk as fak is lykwols net foldwaande om ta in goede behearsking fan dy taal te kommen. Dêrom is it brûken fan Frysk as fiertaal in passend middel yn it ramt fan it projekt. De learkrêft kiest foar it Frysk as fiertaal bepaalde tiden út, bygelyks tiisdei-te-middei en freed-te-moarn.

2.9.3 Begjinsituaasje

De begjinsituaasje hat te krijen mei de memmetaal fan de bern, harren taalbehearsking en mei it taalûnderwiis dat earder jûn is.
Der moatte dus antwurden wêze op trije fragen:
* Hoe is de taalferhâlding tusken de ferskillende memmetalen yn de groep?
* Wat is de taalkapasiteit fan de bern yn de groep?
* Wat hat yn de eardere groepen op it mêd fan taal al oan de oarder west?

It antwurd op de earste fraach is te finen op de *taalkaart* (sjoch de taheakke 'Taalkaart'). Op dy kaart is werjûn hokker bern hokker memme- of heitetaal brûke. It is nammentlik ek mooglik dat in bern de iene taal fan mem en de oare fan heit leart, dus dat it fan it begjin ôf oan twatalich is.
In begjinsituaasje mei in protte Frysktalige bern freget om oare aksinten yn it taalûnderwiis as dat de helte fan de groep bestiet út allochtoane bern. Yn dat lêste gefal sille bygelyks de doelen foar it Frysk oars wêze.

It antwurd op de twadde fraach is te finen op de *learlingekaart* (sjoch haadstik 8.3.). Op dy kaart stiet yn it foarste plak oft de bern de ferskillende domeinen fan it Frysk en Nederlânsk behearskje. Bygelyks:
* Kin it bern Frysk ferstean?
* Kin it bern Frysk prate?
* Kin it bern Frysk lêze?
* Kin it bern Frysk skriuwe?
Dyselde fragen kinne steld wurde foar it Nederlânsk.
De antwurden op dy fragen jouwe in globaal byld fan de behearsking fan beide talen. Om it byld oan te skerpjen, moat der antwurd komme op 'e fraach: op hokker nivo behearsket it bern it ferstean, praten, lêzen en skriuwen fan it Frysk en it Nederlânsk?
De learkrêft kin in tal middels brûke foar it beäntwurdzjen fan dy fraach:
* Observaasje fan it bern by de mûnlinge taalaktiviteiten.
* Taalportfolio (sjoch haadstik 8.21.).
* Taaltoetsen.

It antwurd op de tredde fraach is te finen op de *ûnderwiiskaart* (sjoch haadstik 8.3.). Dat is it programma fan de skoalle, sa't it fêstlein is yn it skoalplan, en de útfiering dêrfan yn de

praktyk:
* Watfoar taaldoelen hat de skoalle foar de groepen 1 o/m 4?
* Watfoar doelen binne berikt?
* Watfoar ynhâlden ha oan de oarder west?
* Watfoar wurkfoarmen binne brûkt?

As oan it begjin fan groep 5 útgien wurdt fan de taal-, learlinge- en ûnderwiiskaart, dan is der in goede basis foar it taalûnderwiis.

Wa't mear oer de begjinsituaasje witte wol, ferwize wy nei haadstik 8.3.

2.9.4 Doelen

Bern leare de memmetaal fan hûs út. Dat proses giet yn de measte gefallen op in natuerlike wize. Bern heine de taal op en kinne dy nei ferrin fan tiid ferstean en ek prate. Dat is foar de skoalle in goede basis om op fierder te bouwen. It natuerlike proses fan taallearen yn de earste taal giet fierder nei't de bern op skoalle kommen binne. Mar yn it ûnderwiis wurdt ek op in systematyske wize oan taal wurke. De skoalle stelt nammentlik doelen. Oan de ein fan de basisskoalle moatte de learlingen de earste taal op in bepaald nivo mûnling en skriftlik behearskje. Tusken it begjin en de ein fan de basisskoalle leit acht jier. As it bern krekt op skoalle komt, is it einstasjon (binne de eindoelen) noch lang net yn sicht. Dêrom lizze der op 'e rûte ek tuskenstasjons. Dy tuskendoelen binne bygelyks formulearre foar ein groep 2, ein groep 4 en ein groep 6. De learkrêften fan de ferskillende groepen wurkje nei dy tuskendoelen ta.

Foar it learen fan in twadde taal leit de saak justjes oars, teminsten foar Nederlânsktalige bern dy't Frysk leare. Dy bern leare it Frysk net fan âlders en freontsjes, mar yn de skoalsfear. Dat ferskilt mei Frysktalige bern dy't Nederlânsk leare. Sy komme faak al betiid mei dy taal yn oanrekking. Televyzje en freontsjes spylje dêrby in belangrike rol. Sa leare Frysktalige bern it Nederlânsk as twadde taal meastal op in natuerlike wize. De skoalle kin dêrop fuortbouwe.

It is nedich dat der sawol foar it Nederlânsk as foar it Frysk dúdlike ein- en tuskendoelen binne. De doelen foar it Nederlânsk kinne foar Nederlânsk- en Frysktalige bern yn prinsipe deselde wêze. Frysktalige bern hawwe ommers al betiid in protte opstutsen fan de twadde taal. Foar it Nederlânsk kin de skoalle oanslute by de lanlik fêststelde doelen.

Oan it begjin fan de basisskoalle binne der tusken de Nederlânsk- en Frysktalige bern grutte ferskillen yn de behearsking fan it Frysk. De tuskendoelen oan de ein fan groep 2 ferskille dêrom ek. As de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk goed is, sille de Nederlânsktalige bern dêr safolle fan opstekke dat foar harren nei ferrin fan tiid deselde doelen jilde as foar Frysktalige bern.

Oan de ein fan groep 4 moat it mooglik wêze dat Nederlânsktalige bern it Frysk ferstean en lêze kinne. Krije de bern systematysk ûnderwiis yn it Fryske lêzen, dan kinne sy nei ferrin fan tiid op itselde nivo Frysk lêze as Frysktalige bern. Nederlânsktalige bern moatte oan de ein fan groep 4 ek op in ienfâldich nivo Frysk prate kinne. Bygelyks by it spyljen fan in rol of yn in petearke mei de learkrêft.

It is dus yn prinsipe mooglik om oan de ein fan groep 6 en 8 deselde tuskendoelen Frysk te formulearjen foar alle bern. Dat is foar dizze paragraaf it útgongspunt.

Wy meitsje ûnderskied tusken de doelen foar it ferstean, praten, lêzen en skriuwen fan it Frysk.

Ferstean
Oan it begjin fan groep 5 kinne de learlingen Frysk ferstean yn in konkrete situaasje, bygelyks yn de les Frysk of as Frysk de fiertaal is by gymnastyk.
Oan de ein fan groep 6 kinne de learlingen in Frysk skoalleradioprogramma folgje.

Praten
Oan it begjin fan groep 5 kinne de learlingen (op in ienfâldich nivo) Frysk prate, bygelyks as se in rol spylje.
Oan de ein fan groep 6 kinne de learlingen yn it Frysk oer in eigen ûnderfining fertelle, bygelyks yn it rûntepetear.

Lêzen
Oan it begjin fan groep 5 kinne de learlingen Frysk lêze op nivo 3 (op it nivo fan de Rik-boekjes).
Oan de ein fan groep 6 kinne de learlingen Frysk lêze op nivo 6 (de Kameleon-boeken).

Skriuwen
Oan it begjin fan groep 5 kinne de learlingen Fryske wurden mei ien wurdlid skriuwe, inkeld wurden mei deselde letters as yn Nederlânske wurden. Foar Frysktalige bern soe de latte heger lizze kinne.
Oan de ein fan groep 6 kinne de learlingen Fryske wurden mei twa wurdlidden skriuwe, ek wurden mei dakjes en streekjes.

Oan de ein fan groep 8 jilde, sawol foar Frysk- as Nederlânsktalige bern, de kearndoelen.

2.9.5 Differinsjaasje

Bern fan in bepaalde groep sitte yn itselde lokaal. Mar in lokaal fol mei ferskillende bern kinne wy net ferlykje mei in trein dy't nei in bepaald stasjon rydt. Dat is yn paragraaf 9.4. wol dien. Doe wie der sprake fan in tuskenstasjon. Dat byld is brûkt foar de tuskendoelen. Dy doelen binne foar it Frysk ek formulearre. It soe moai wêze dat dy doelen troch alle bern helle waarden. Dan sieten se allegearre yn deselde trein en kamen tagelyk op it tuskenstasjon oan.

De situaasje is lykwols yngewikkelder. Bern ferskille yn mear as ien opsicht:
* Se hawwe in ferskillende taalachtergrûn: Frysk, Ljouwertersk, Nederlânsk, Turksk, ensfh.
* Se groeie op yn in ferskillende taalomjouwing of taalkontekst, bygelyks Frysk op it plattelân en Nederlânsk yn de stêden.
* As de bern op skoalle komme, ferskille se sterk yn taalkapasiteit. Op basis fan har taalpotinsje (oanlis foar taal) leare de bern taal oan. Se bouwe taalfeardigens op. It iene bern is yn de rin fan de tiid taalfeardiger wurden as it oare. Oan de iene kant fan de line sitte de taalsterke bern, oan de oare kant de taalswakke. Tusken dy twa utersten yn komme de 'taalnormale' bern foar.

De gefolgen fan al dy ferskillen foar de praktyk yn de midden- en boppebou oangeande it Frysk besprekke wy foar fjouwer situaasjes:
1. De plattelânssituaasje, bygelyks Ealahuzen.
2. De stedssituaasje, bygelyks Ljouwert.
3. De situaasje fan it taalsterke bern.
4. De situaasje fan it taalswakke bern.

De plattelânssituaasje

Op it plattelân is de skoalbefolking foar in grut part Frysktalich. De omgongstaal is meastal Frysk. De Nederlânsktalige bern hawwe troch dy taalkontekst gjin problemen mei de passive

behearsking fan it Frysk. As op skoalle yn de earste fjouwer jier it Frysk as fak en fiertaal ek noch oan de oarder kommen binne, is der foar alle bern in goede basis lein. Mei oare wurden: sawol de Frysktalige as de Nederlânsktalige bern kinne de doelen foar it Frysk helje (sjoch paragraaf 9.4.).
Foar de taalswakke bern soe jilde kinne dat it skriuwen fan it Frysk earst yn groep 7/8 oan de oarder komt.
Foar de taalsterke bern kin de latte heger lizze: sy wurde útdage om bygelyks in protte Fryske teksten te skriuwen.

De Fryske les kin der dan sa útsjen:

1. It mienskiplike begjin
De learkrêft yntrodusearret it ûnderwerp. Dêr wurde ek de bern by belutsen. De fragen dy't troch de learkrêft steld wurde, daagje út om taal te brûken. Sa ûntstiet der ynteraksje.

2. It wurkjen oan opdrachten
By it wurkjen oan opdrachten wurdt differinsjearre. Der binne kearnopdrachten, dy't alle bern meitsje. Fierder krije de taalsterke bern ferdjippingsopdrachten, bygelyks it skriuwen fan in tekst. De taalswakke bern meitsje (in part fan) de opdrachten ûnder begelieding fan de learkrêft.

3. De mienskiplike ôfsluting
De bern presintearje de oplossing (antwurden) fan de opdrachten. De learkrêft daget út om op de oplossings te reagearjen. De bern jouwe ek de positive en negative punten fan de les oan. Sa is de mienskiplike ôfsluting ek ynteraktyf.

De stedssituaasje

Yn de gruttere stêden en plakken is de skoalbefolking foar it grutste part Nederlânsktalich. Fierder binne der bern dy't Frysk of de stedstaal as memmetaal ha. Yn bepaalde wiken steane skoallen mei in protte allochtoane bern. De kontekst yn de stedssituaasje is foaral Nederlânsktalich.
Ien les yn de wike Frysk (as fak) is yn de stedssituaasje net foldwaande foar Nederlânsktalige bern om it Frysk goed ferstean en lêze te kinnen. De aktive behearsking as doel, prate en skriuwe, kin yn dy beheinde tiid hielendal net berikt wurde.
As yn de ûnderbou it Frysk ek as fiertaal brûkt is en Nederlânsktalige bern leard ha om Fryske sintsjes te brûken, kin de learkrêft dêr yn de midden- en boppebou op fuortbouwe. It Frysk wurdt yn dy groepen net allinnich as fak jûn, mar komt bygelyks ek in deidiel of in dei as fiertaal oan de oarder. Foar Frysktalige en (taalsterke) Nederlânsktalige bern jilde dan yn prinsipe alle doelen foar it Frysk (sjoch paragraaf 9.4.).
Foar de taalswakke bern en allochtoane bern is it doel it ferstean en lêzen fan it Frysk.
De Fryske les kin der dan sa útsjen:

1. It mienskiplike begjin
De learkrêft yntrodusearret it ûnderwerp op ynteraktive wize.

2. It wurkjen oan opdrachten
De Frysktalige en it grutste part fan de Nederlânsktalige bern wurkje selsstannich oan de opdrachten. Foar de taalsterke bern binne der ferdjippingsopdrachten, bygelyks it skriuwen fan in tekst.
De taalswakke (Nederlânsktalige) en de allochtoane bern lêze yn in groepke ûnder begelieding fan de learkrêft Fryske teksten.

3. De mienskiplike ôfsluting
De bern presintearje de oplossings (antwurden) fan de opdrachten en jouwe reaksjes op de les. Dat bart op in ynteraktive wize.

De situaasje fan taalsterke bern
As it taalbelied fan de skoalle fan it begjin ôf rjochte is op twa- of meartalichheid, kinne taalsterke bern alle doelen fan it Frysk helje. Dat jildt ek foar taalsterke allochtoane bern dy't fan it begjin ôf it programma foar it Frysk folge ha. It skriuwen fan it Frysk is foar taalsterke bern ien fan de spearpunten.

De situaasje fan taalswakke bern
Foar taalswakke en allochtoane bern leit de prioriteit yn de stedssituaasje by it Nederlânsk. De doelen foar it Frysk binne it ferstean en lêzen. As fan it begjin ôf oan it Frysk ek as fiertaal syn gerak krigen hat, kinne taalswakke bern har ek yn ienfâldich Frysk útdrukke.

2.9.6 Transfer

Taal is derfoar om te brûken. Dêrom moatte de taallessen in ferbining ha mei it libben fan de bern. Dy ferbining kin op twa manieren lein wurde:
* De learkrêft brûkt de taalynbring fan de bern yn de lessen.
Bygelyks elk bern skriuwt geregeld in foarfal út it eigen libben op yn syn libbensboek. Ut al dy foarfallen wurdt periodyk in groepskrante gearstald.
* De bern passe ta wat sy yn de taallessen leard ha.
De bern moatte har bewust wurde dat it taalûnderwiis net in doel op himsels is. Dat ûnderwiis is derfoar om taal korrekt te brûken, om mei taal de saken te oarderjen en om minsken mooglikheden te bieden har yn taal út te drukken. Dat binne rûchwei de trije gebieten om taal op ta te passen. Yn haadstik 1.2. ha wy datselde oars neamd. Dêr wie sprake fan de trije funksjes fan taal: kommunikaasje, oardering fan de wrâld troch it ûntwikkeljen fan konsepten en as tredde ekspresje.
Yn it taalûnderwiis dogge de bern kennis en feardichheden op. It is net genôch dat sy dy as bagaazje inkeld meidrage. Sy moatte dy ek 'oerdrage' kinne. Mei oare wurden: dy kennis en feardichheden brûke yn oare situaasjes as yn de taaloefeningen. Dat neame wy it prinsipe fan de oerdracht of transfer.

In foarbyld op it gebiet fan de kommunikaasje
De bern leare by it fertellen fan in foarfal de taal sa te brûken dat oaren der belangstelling foar ha en it ferhaal goed folgje kinne. Boppedat leare de bern om fragen oer it foarfal te beäntwurdzjen. Dy feardichheden kinne de bern tapasse, as se by wrâldoriïntaasje in presintaasje hâlde.

In foarbyld op it gebiet fan oardering fan de wrâld
Yn de taalles wurdt de wurdskat fan de bern útwreide. De begripen dy't yn deselde perioade

yn it ramt fan in wrâldoriïntaasjetema oan de oarder komme, wurde yn de taalles al taret. De bern drage dy kennis oer, as sy mei it tema fan wrâldoriïntaasje dwaande binne.

In foarbyld op it gebiet fan ekspresje
De bern leare yn it taalûnderwiis hoe't de wurden skreaun wurde (stavering) en hoe't sy in tekst opstelle kinne. As de bern in e-mail ferstjoere of in gedicht meitsje, passe sy dy feardichheden ta.

Der is net allinnich sprake fan transfer fan kennis en feardichheden fan it taalûnderwiis nei de praktyk. It prinsipe fan transfer spilet ek in rol by ferskillende talen. Wat de bern by de iene taal leard ha, moatte se ek tapasse kinne by de oare taal. Is bygelyks it opsykjen fan de betsjutting fan Nederlânske wurden yn in wurdboek oanleard, dan kinne de bern dat ek foar Fryske wurden.

Noch in pear foarbylden fan transfer yn de midden- en boppebou:

1. Der binne foar de Fryske skoalleradio harkfeardichheidprogramma's. As bern goed leare te harkjen nei Fryske ferhalen, kinne sy dyselde feardichheid ek tapasse by Nederlânske ferhalen.

2. Bern dy't leard ha om in presintaasje te hâlden fan in Frysk wurkstik, kinne dy feardichheid ek tapasse by in presintaasje yn it Nederlânsk.

3. Kinne de bern goed Nederlânsk lêze, dan kinne sy dy technyske feardichheid ek brûke foar Fryske teksten.

4. Behearskje de bern bepaalde lêsstrategyen yn it Nederlânsk, dan kinne sy dy ek tapasse op Fryske teksten.

5. Hawwe de bern in positive lêsattitude ûntwikkele, dan jildt dy yn prinsipe foar teksten yn beide talen. Dêrby is it wol fan belang dat de bern de lêstechnyk foar beide talen goed behearskje.

6. Hawwe de bern leard in tekst te skriuwen, mei in bepaalde opbou, dan kinne se dy feardichheid yn beide talen tapasse.

7. Hawwe de bern in attitude ûntwikkele om nei taal te sjen (taalskôgjen), dan jildt dat yn prinsipe foar beide talen.

8. Hawwe de bern ynsjoch yn de struktuer fan de taal, dan kinne sy dy kennis tapasse by beide talen, bygelyks: ik loop - ik rin; wij lopen - wy rinne.

2.9.7 Ynterferinsje

Transfer hat grutte foardielen. Want wat yn de iene taal leard is, kin yn de oare taal tapast wurde. It Frysk hat bygelyks foardiel fan it Nederlânsk en omkeard is dat ek it gefal. Mar de beide talen kinne ek lêst fan elkoar ha. Yn dat gefal nimt de iene taal wat fan de oare oer wat net kin. Foarbylden binne:

Utspraak
Yn it Frysk wurdt soms *lief* sein yn plak fan *liif* en *kaart* yn plak fan *kaat*.

Wurden
Yn it Frysk wurde Nederlânske wurden oernommen: *sleutel* yn plak fan *kaai* en *neus* yn plak fan *noas*.

Utgong
Yn it Frysk wurde Nederlânske útgongsfoarmen oernommen: *kleurtsje* yn plak fan *kleurke* en *ik hoop* yn plak fan *ik hoopje.*

Ferkearde sinsbou
Yn it Nederlânsk wurdt sein: *je moet hem laten gaan*. Yn it Frysk wurdt dy wurdfolchoarder ek brûkt: *do moatst him litte gean*. Mar Frysk is: *do moatst him gean litte.*

As de iene taal in ferkearde ynfloed hat op de oare taal, neame wy dat ynterferinsje. Beide talen moatte yn sokke gefallen skieden bliuwe. Dat wurdt systeemskieding neamd.

2.9.8 Sichtberens fan de taal

De sichtberens fan de taal hat yn haadstik 7.5. en 8.7. al oan de oarder west. Yn de midden- en boppebou, dêr't de learlingen har skriftlik better rêde kinne as yn de foargeande groepen, sil de aard fan de sichtberens feroarje. Dêr sil njonken eigen teksten fan learlingen it folgjende te sjen wêze:
- kranteberjochten op it nijsprikboerd;
- in tiidbalke;
- in plattegrûn;
- in kalinder of oersicht fan de skoalleradio en -televyzjeprogramma's;
- posters fan boeken of gedichten;
- e-mailtsjes fan in oare skoalle dêr't de groep kontakt mei hat.

De sichtberens fan beide talen moat safolle mooglik yn lykwicht wêze. As it Ingelsk oan de oarder komt, is dy taal ek sichtber yn it lokaal.

2.9.9 Mûnlinge taalaktiviteiten

2.9.9.1 Ynlieding

Bern meitsje in ûntwikkeling troch op it gebiet fan taal. Yn de earste fazen fan de ûntwikkeling hawwe de earen en mûle de haadrollen. Mei oare wurden: de mûnlinge taal. Bern heine de taal fan heit en mem op en brûke dy yn rin fan de tiid sels ek (sjoch haadstik 2).

De mûnlinge taal bliuwt yn it lettere libben ek fan grut belang. Bern prate alle dagen mei âlders, oare folwoeksenen en freonen. It is belangryk dat bern har op dizze ynformele gebieten goed útdrukke kinne.
Op skoalle wurdt de taal sawol ynformeel as formeel brûkt. It praatsje op 'e gong is bygelyks in foarbyld fan ynformeel taalgebrûk. Dat neame wy ek wol omgongstaal. It is net de bedoeling dat de learkrêft dy situaasje oangrypt om bern taal te learen, bygelyks troch fouten te korrizjearjen.
Yn de lessen is der wol sprake fan in learsituaasje. Ien fan de doelen is dat de bern leare om goed te harkjen en har noch better mûnling út te drukken. Dat leare se it bêst troch sels de taal te brûken. It ûnderwiis moat sa ynrjochte wêze dat de bern ek geregeld oan it wurd binne. Tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar is dus in protte ynteraksje nedich. It ûnderwiis moat ynteraktyf wêze.
De learkrêft hat yn de formele skoalsituaasje trije rollen. Yn it foarste plak daget er de bern út om de taal sa te brûken dat foar oaren dúdlik is wêr't it om giet. Yn it twadde plak is er in foarbyld foar de bern. Syn tredde rol is om fout taalgebrûk te korrizjearjen. Dy korreksje moat foar de bern gjin blokkade wêze om har spontaan te uterjen. In herhelling fan de sin yn de korrekte foarm is in goede wize fan korrizjearjen.

De skoalle stimulearret de mûnlinge taalfeardichheid fan de bern mei it each op 'e takomst. Folwoeksenen binne alle dagen yn petearsituaasjes. Ynformeel yn de húshâlding, op strjitte en bygelyks op fakânsje. Formeel op it wurk. Yn de measte wurksituaasjes wurdt hjoed de dei in grut berop dien op de mûnlinge taalfeardichheid. Yn in protte beroppen is it beskikken oer kontaktuele eigenskippen (dus ek goed harkje en prate kinne) ien fan de prioriteiten.

2.9.9.2 Yn twa talen

De skoalle hat as doel dat bern har mûnling goed rêde kinne yn twa talen, it Nederlânsk en it Frysk. Om't it prinsipe jildt dat in bern de taal it bêste leart troch dy taal ek te brûken, is it belangryk dat beide talen as fiertaal oan de oarder komme. Dat jildt net allinnich foar de midden- en boppebou, mar troch de hiele skoalle hinne. It team as gehiel makket dus ôfspraken oer ferdieling fan de fiertalen. De fiertaal kin per fak, per dei of per wike wikselje.

Foar beide talen jildt dat de ynteraktive wurkwize de bêste resultaten opsmyt. As learkrêft en bern dy wurkwize mei Nederlânsk as fiertaal goed tapasse kinne, fynt transfer plak as de fiertaal Frysk is. Oarsom is dat ek it gefal.

Yn de nijste Nederlânske taalmetoaden is in learline foar de mûnlinge taalaktiviteiten opnommen. As de learkrêft dy line folget, wurde de doelen foar it 'luisteren en spreken' foar it Nederlânsk berikt.
Der is noch gjin moderne Fryske taalmetoade dêr't de learline foar de mûnlinge taalaktiviteiten systematysk yn útwurke is.

Yn haadstik 7 hawwe de ferskillende mûnlinge taalaktiviteiten foar groep 1 en 2 oan de oarder west en yn haadstik 8 foar groep 3 en 4.
Yn dizze paragraaf geane wy by de beskriuwing fan de mûnlinge taalaktiviteiten foar de midden- en boppebou út fan it projekt 'Bouwe en wurk'. Dêrnei komt it praten en harkjen oan de oarder. Oan de ein is in tal wurkfoarmen opnommen.

2.9.9.3 It projekt oer bouwe en wurk

Yn paragraaf 9.1. is it foarbyld fan in projekt oer bouwe en wurk jûn as útgongspunt fan taalûnderwiis yn de midden- en boppebou. Wy helje dat foarbyld wer oan om te yllustrearjen dat it mûnlinge taalgebrûk dêr in belangrike rol yn spilet:
* De bern fertelle geregeld yn de groep oer de bou-aktiviteiten yn de buert fan de skoalle. De learkrêft stelt iepen fragen en soarget derfoar dat de bern op elkoar reagearje. De *ynteraktive wurkwize* wurdt tapast:
  Wat is der sûnt ferline wike by boud?
  Hoe wurde de pannen op it dak brocht?
  Wat hast noch mear sjoen?
  Binne jim it iens mei Sjoerd syn útlis?
* De learkrêft ynventarisearret mei de bern de ferskillende aspekten fan it wurk op it bouplak en soarget der mei fragen foar dat de bern de begripen sels folje. Der fynt *begrypsfoarming* plak:
  Wat is dat, in bouplan?
  Watfoar materiaal brûke se foar de fundearring?
* De bern sammelje ynformaasje oer bou-aktiviteiten út 'e media. Foardat de berjochten op it nijsprikboerd komme, wurdt dêroer praat. De *ynteraktive wurkwize* wurdt tapast:
  Ik ha in berjocht meinommen oer it bouwen fan in hege toer.
  Watfoar toer is it?
  Hoe krije se dy swiere platen sa heech?
  Is it net gefaarlik foar de bouwers?
* De bern presintearje har produkten oan de hiele groep. De reaksjes op de presintaasjes

ferrinne ek wer op in *ynteraktive wize*:

Hoe djoer is sa'n nij hûs?
Hoe komme de minsken oan safolle jild?
Hoe komt de bank oan jild?

2.9.9.4 Prate en harkje

Yn de lessen oer bouwe en wurk binne learkrêft en bern oan it wurd. It is de bedoeling dat de learkrêft yn de lessen it proses sa stjoert dat de bern derfan leare. Mei oare wurden: yn it hiele ûnderwiis giet it derom dat de bern 'fan wurden leare'.
Yn de groepssituaasje ferrint it brûken fan de taal spontaan: de learkrêft fertelt, de bern harkje, reagearje op 'e fertelling, der wurde fragen steld en antwurden jûn. Mar ûnder dat spontane brûken lizze wol in pear útgongspunten dy't it learproses beynfloedzje:

* Taal komt allinnich oer as der harke wurdt.
De learkrêft stiet model foar de goede harker. As bern oan it wurd binne, harket er. Syn belangstelling is echt. Dat docht bliken út 'e fragen dy't er stelt. Dy hâlding fan belangstellende harker bringt er oer op 'e bern. As dat fan groep 1 ôf it skoalbelied west hat, is foar de midden- en boppebou de basis lein foar in goede harkhâlding. Dy hâlding komt yn dizze groepen ek eksplisyt oan de oarder. De learkrêft wiist der geregeld op dat respekt foar elkoar û.o. bliken docht út goed nei elkoar harkjen. Dêr heart ek by it stellen fan fragen nei oanlieding fan wat de oar fertelt. Want wa't (goede) fragen stelt, lit hearre dat er goed harke hat.
It stellen fan fragen kin yn de midden- en boppebou oefene wurde. In foarbyld dêrfan is it betinken fan fragen as in bern bygelyks wat ferteld hat yn it petear oan it begjin fan de dei. Noch in foarbyld is it stellen fan fragen nei oanlieding fan in sprekbeurt of in presintaasje.
In belangrike harkaktiviteit is it hâlden fan in ynterview. It wichtichste doel dêrfan is it sammeljen fan ynformaasje oer in ûnderwerp. Om dat doel te berikken, moat der goed harke wurde. In oar doel is it sjen litten dat der echte belangstelling is foar it ûnderwerp. As dat it gefal is, wint it ynterview oan kwaliteit.

* Taal dy't boeit, komt better oer.
De learkrêft stiet model foar de boeiende taalbrûker. Hy bringt syn ferhaal en útlis sa dat de bern wol harkje moatte. Elkenien wit dat in boeiende fertelling de bern pakt. Sy geane net allinnich op yn it ûnderwerp, mar ûndergeane ek de ynfloed fan de sprekkende taal.
De learkrêft stelt it boeiend brûken fan de taal ek eksplisyt oan de oarder. In groepke bern kriget bygelyks de opdracht om in spannend ferhaal te betinken. Elk fertelt op in pakkende wize in episoade. In oare mooglikheid is dat it groepke it ferhaal as toanielstikje opfiert.

* Oanlearde taal(feardichheid) wurdt ek brûkt.
De learkrêft bringt yn de lessen bewust taal yn mei it doel dat de bern dêrfan leare. In foarbyld is it oanlearen fan wurden oer bouwe en wurk. Sa wurdt de wurdskat fan de bern útwreide mei de bedoeling dat se dy wurden by gelegenheid ek brûke sille (sjoch ek paragraaf 8.8.).
In oar foarbyld is it taalskôgjen. Yn it ramt fan it projekt oer bouwe en wurk, leare de bern ferskillende betsjuttings:

Der waard in hûs boud.	Sy bouden oan in bettere wrâld.	Wy koene op har bouwe.
Hy wurket yn de tún.	Dat hout wurket.	De loft begjint te wurkjen.

It harkjen kin ek bewust oefene wurde. Sa binne der harkspullen mei (speur)opdrachten. As de bern goed nei it ferhaal harkje, kinne se de opdrachten oplosse

2.9.9.5 Wurkfoarmen

Fan de bern út

1. Fertelle oer eigen ûnderfinings
De measte bern meie graach fertelle oer wat se belibbe ha. Dat kin oan de learkrêft allinnich, bygelyks by de doar fan it lokaal: it bern brûkt in pear sinnen, de learkrêft harket en jout in koarte reaksje. Dan is der sprake fan in ynformeel kontakt yn omgongstaal.
De bern krije ek gelegenheid om har eigen ûnderfinings te fertellen, bygelyks yn in rûntepetear. Meastal is der fan in echt petear gjin sprake, om't oare bern op it ynbrochte ûnderwerp net ynhâldlik reagearje. Ut ûndersyk hat bliken dien dat sa'n rûntepetear foar de mûnlinge taalfeardichheid net folle opsmyt.

2. Petear oer in nijsberjocht
As de bern in berjocht út krante of tydskrift meinimme foar it nijsprikboerd, dan jout dat oanlieding ta in petear. It bern dat it berjocht meinommen hat, fertelt dêroer. De oare bern reagearje mei fragen en opmerkings. De learkrêft stjoert it petear sa dat it ynteraktyf is en bliuwt.

3. Petear yn in lytse groep (tafelgroep)
Yn de ûnderbou ha de bern ûnderfining opdien mei it petear yn in lytse groep ûnder lieding fan de learkrêft. Yn sa'n groepke waard op ynteraktive wize praat oer in ûnderwerp. De learkrêft dage mei iepen fragen de bern út om te reagearjen.
De wurkfoarm 'petear yn in lytse groep' wurdt yn de midden- en boppebou ek tapast. Der kin transfer plak fine, as de bern yn groepkes oan in tema wurkje, bygelyks oan it tema oer bouwe en wurk. It soe moai wêze as de bern nei safolle ûnderfining mei de ynteraktive wurkwize, dy út harsels tapasse.

4. Presintaasje fan in wurkstik of it hâlden fan in sprekbeurt
As bern yndividueel of yn in groepke in ûnderwerp útwurke ha, hâlde se in presintaasje of in sprekbeurt. Yn it earstoan lêze se de tekst fan it papier op. Yn in lettere faze is it de bedoeling dat se, op basis fan in tal haadpunten, út 'e holle presintearje. Dat freget ynstruksje fan de learkrêft, dy't foardocht hoe't it moat, en in protte oefening fan de bern sels. Nei de presintaasje folgje de reaksjes fan de groep. De learkrêft soarget derfoar dat it neipetear op ynteraktive wize ferrint.

5. Kreatyf mûnling taalgebrûk
Bern kinne in sels betocht ferhaal fertelle of mei elkoar in toanielstikje betinke en opfiere. Troch dy foarmen fan presintaasje leare de bern taal op in kreative manier te brûken. By toanielspyljen moatte se net allinnich fêsthâlde oan har eigen rol, mar ek ynspylje op de rollen fan oaren. Op dy wize leare sy fleksibel mei taal om te gean.

Fan de learkrêft út

1. Yntroduksje en evaluaasje fan in les
Om de bern 'yn de les te bringen' soarget de learkrêft foar in passende yntroduksje. It is in goede wurkwize dat oansletten wurdt by de ûnderfinings fan de bern. Troch de bern reagearje te litten, is de yntroduksje ynteraktyf. Boppedat is de motivaasje foar de les grutter, as de ynbring fan de bern dêryn behelle wurdt.
Nei de les fynt der in evaluaasje plak. De bern presintearje de resultaten fan de opdrachten. Sy krije dêrby de gelegenheid op elkoar te reagearjen. Boppedat jouwe se in reaksje op it ferrin fan de les: wat goed gie en wat better koe.

2. Ynteraksje by begripend lêzen
Yn de lessen begripend lêzen spylje mûnlinge taalaktiviteiten ek in rol. Foar it lêzen fan de

tekst stelt de learkrêft in tal fragen:
* Wêrom lêze wy dizze tekst? (lêsdoel)
* Watfoar soarte tekst is it? (tekstsoart)
* Wat kinst al oer de ynhâld sizze? (tekstynhâld)
* Wat witst sels oer it ûnderwerp? (foarkennis)
As de learkrêft de bern op elkoar reagearje lit, ûntstiet der in foarpetear. Nei it lêzen fan de tekst en it meitsjen fan de opdrachten, folget in neipetear: de bern presintearje de resultaten fan de opdrachten en jouwe in reaksje op it ferrin fan de les.

3. De les as learpetear
As in ûnderwerp oan de oarder komt dêr't de bern al wat oer witte, kin de learkrêft fan de les in learpetear meitsje. Hy hat dêrby in dúdlik doel foar eagen en stjoert it petear sa dat it doel ek helle wurdt.
Yn it projekt oer bouwe en wurk bygelyks, kin it learpetear in wêzentlike rol spylje. De bern sjogge alle dagen de bou-aktiviteiten en ha dêr kennis út eigen ûnderfining fan. De learkrêft kin yn it learpetear dy kennis ferdjipje: hy stelt iepen fragen en bringt oanfoljende ynformaasje yn.

4. Ynteraktyf foarlêze
Sawol de learkrêft as in bern kin oan de groep foarlêze. It foarlêzen hat ferskillende doelen. It kin rjochte wêze op 'e belibbing fan in ferhaal. Yn it ferlingde dêrfan hat it ek as doel it stypjen fan it lêzen fan ferhalen en boeken (boekpromoasje). Foarlêze kin ek op 'e taal rjochte wêze: bern leare de betsjutting fan nije wurden yn de kontekst fan in ferhaal (útwreiding fan de wurdskat).
Foarlêze is ynteraktyf as de learkrêft de bern foar de tiid, tuskentiidsk en nei de tiid op bepaalde fragen reagearje lit. Dy fragen ha as doel de bern better bewust te meitsjen fan it ferrin fan it ferhaal. Sy moatte de haadsaken fan de bysaken ûnderskiede kinne.
It mei lykwols net sa wêze dat troch de fragen fan de learkrêft de bern de motivaasje foar it ferhaal ferlieze. It giet der nammentlik yn earste ynstânsje om dat bern it ferhaal belibje.
It foarlêzen kin op trije manieren stal krije yn de midden- en boppebou:
* De learkrêft lêst in spannend ferhaal of boek foar, sûnder dat der in relaasje is mei oare lessen.
* In bern lêst in (part fan in) ferhaal of boek foar yn it ramt fan boekpromoasje.
* De learkrêft lêst in ferhaal foar dat relaasje hat mei in ûnderwerp dat yn de groep oan de oarder is. By it tema oer bouwe en wurk siket de learkrêft bygelyks in pear ferhalen dy't er oan de groep foarlêst.

5. Fertelle
By fertellen is it kontakt tusken learkrêft en bern noch direkter as by it foarlêzen. De learkrêft is net bûn oan in tekst. Der is mear eachkontakt, wat mooglikheden biedt om yn te spyljen op 'e reaksjes fan de bern. Hjir is sprake fan net-ferbale ynteraksje.
De ferbale ynteraksje kin foar en nei it fertellen plak fine, lykas by it foarlêzen. De learkrêft sil it ferhaal net gau ûnderbrekke mei fragen. It gefaar dêrfan is dat de belangstelling fan de bern minder wurdt.
It fertellen kin op trije manieren stal krije yn de midden- en boppebou:
* De learkrêft fertelt geregeld in frij ferhaal, dat wol sizze in ferhaal dat gjin relaasje hat mei oare lessen.
* De learkrêft fertelt ferhalen yn it ramt fan bepaalde fakken, bygelyks godstsjinstûnderwiis/libbensskôglike foarming, skiednis.
* De learkrêft fertelt in ferhaal dat relaasje hat mei in tema dat yn de groep oan de oarder is, bygelyks it tema oer bouwe en wurk.

2.9.10 Lêsaktiviteiten

2.9.10.1 Ynlieding

Lêzen spilet in grutte rol yn de maatskippij. Yn suver alle beroppen is de feardichheid fan it lêzen in betingst. Ynformaasje wurdt faak skriftlik jûn. Op ’e produkten yn de winkels stiet meastal in tekst. Kranten en tydskriften binne der om te lêzen. Op ’e televyzje wurde oare talen ûndertitele. Ensafuorthinne.

Bern komme al ier mei dy teksten yn oanrekking. Sy wurde har bewust dat lêzen ek foar har needsaaklik is. Om’t bern fernimme dat it lêzen in funksje hat, wurde sy stimulearre om it lêzen te learen.

Yn it projekt oer bouwe en wurk (paragraaf 9.1.) wurdt ek lêzen: de bern sammelje ynformaasje oer it ûnderwerp út boeken en fan ynternet; sy nimme ek berjochten út kranten en tydskriften mei. Dy ynformaasje en berjochten ha yn it ramt fan it projekt in funksje. It lêzen dêrfan is foar de bern dus funksjoneel.

Koartsein hat de skoalle oangeande it lêzen twa taken: de bern rjochtsje op it funksjonele fan it lêzen en de bern lêzen leare. It funksjonele wurdt hjir rom opfette: net allinnich lêze om ynformaasje op te dwaan, mar ek lêze om nocht oan te belibjen, bygelyks it lêzen fan in moai boek.

2.9.10.2 Lêzen leare

De bern leare it lêzen yn de ûnderbou. Dat begjint al by de beukers. Sy herkenne al gau har eigen namme yn skreaune foarm. Juf skriuwt wurden op har tekeningen. Sy leare guon letters te beneamen. En yn de lêshoeke ‘lêze’ sy (printe)boeken. It lêzen yn de beukerbou wurdt tariedend lêzen neamd (sjoch haadstik 7.4.).
Yn groep 3 wurdt it lêsproses op metoadyske wize fuortset. De letterkennis wurdt útwreide; de bern keppelje lûden oan letters en kinne op ’t lêst sels wurden lêze. Dan is it doel fan it begjinnend lêzen berikt: de bern kinne de elemintêre lêshanneling útfiere (sjoch haadstik 8.9.).

2.9.10.3 Doelen

As de bern yn de middenbou komme, behearskje sy de technyk fan it lêzen. Sy binne har ek al min of mear bewust fan de funksjes fan lêzen. It giet der yn de midden- en boppebou om it funksjonele lêzen noch mear klam te jaan, de technyk fan it lêzen te ferbetterjen, teksten better te begripen en nocht oan lêzen te hâlden of te krijen.
De fjouwer algemiene doelen fan it lêzen yn de midden- en boppebou binne dus:
- De bern binne har mear en mear bewust fan it lêsbelang (of de funksjes fan lêzen).
- De bern kinne technysk goed lêze.
- De bern kinne teksten goed begripe.
- De bern hawwe nocht oan lêzen.

2.9.10.4 Lêsbelang

De learkrêft wiist, as de gelegenheid der is, op it belang fan it lêzen. Dat hoecht net ta de lêsles beheind te bliuwen. Der binne genôch oare gelegenheden bûten skoalle: oanwizings yn it ferkear; teksten op winkels en reklamebuorden; nammen en tiden op stasjons; folders, kranten en tydskriften; teksten yn televyzjeprogramma’s.
De measte fan dy teksten binne Nederlânsktalich. De bern kinne de opdracht krije om Fryske teksten te sammeljen. Underwerp fan petear kin dan wêze wêrom’t de Fryske teksten yn de minderheid binne.

In oare opdracht oan de bern is om de folgjende sin mei trije foarbylden oan te foljen: As ik net lêze koe, dan…
De learkrêft ynventarisearret de foarbylden. Sa ûntstiet der út 'e bern wei in tal funksjes fan lêzen.

2.9.10.5 Fuortset technysk lêzen

De bern moatte sawol wat it Nederlânsk as it Frysk oanbelanget goed technysk lêze kinne. Yn groep 3 is mei it technyske lêzen al in begjin makke. Nei't de bern de elemintêre lêshanneling behearskje, oefenje se fierder mei teksten op har nivo.
De bern ha nammentlik net itselde nivo. Guon bern kinne al selsstannich fierder oefenje. Oare bern binne noch ôfhinklik fan de begelieding fan de learkrêft.
Yn de midden- en boppebou binne de nivoferskillen faak noch grutter. Om oan it prinsipe fan de differinsjaasje te foldwaan, kieze skoallen foar ferskillende (kombinaasjes fan) lêsfoarmen.

By *nivolêzen* wurde de bern yn homogene groepen ferdield. De bern fan in groep lêze om bar yn itselde boek. Om't it nivo yn de groep gelyk is, hâlde de bern itselde lêstempo oan. It foardiel dêrfan is dat it tempo oanslút by it nivo fan alle groepsleden. It neidiel is dat de bern út 'e legere nivo's gjin foarbyld fan de bettere lêzer ha. Sy bliuwe measstal langer yn de legere nivo's hingjen.

By it *tutorlêzen* is it foarbyld fan de bettere lêzer der wol. Twa lêzers fan ferskillend nivo sitte yn in groepke. De bettere lêzer (tutor) begeliedt it lêsproses fan de swakkere lêzer. Beide lêzers leare fan dat proses: de bettere lêzer fan syn funksje as begelieder, de swakkere fan it foarbyld.

By it *trioellêzen* giet it om it berikken fan trije doelen (tri(je) (d)oel): it oefenjen fan de technyk, it lêzen mei begryp en mei nocht. De bern lêze yndividueel út in boek dat se sels keazen ha. Sprekt it ferhaal har net oan, dan meie se ruilje. It giet der yn it foarste plak om dat bern wat oan in boek belibje. Dy belibbing hat in positive ynfloed op de technyk en it begryp. De learkrêft lit de bern geregeld fertelle oer it boek dat se lêze.
It is de bedoeling dat alle groepen fan de skoalle op deselde tiid trioellêzen ha. Is dat net helber, dan kin it ek per bou of per groep.

Nivo-, tutor- en trioellêzen binne spesifyk rjochte op it eigen nivo fan de bern. By *klassikaal lêzen* lêst de hiele groep ûnder lieding fan de learkrêft yn itselde boek. It bern dat de beurt hat, lêst op it eigen nivo. Fan de oare bern wurdt ferwachte dat se dat tempo (sûnder lûd) folgje. Foaral flugge en stadige lêzers komme by klassikaal lêzen oan de krapperein.

De ferskillende lêsfoarmen kinne sawol by it lêzen yn it Frysk as it lêzen yn it Nederlânsk tapast wurde. It oefenjen fan de lêstechnyk yn de iene taal hat net allinnich in posityf resultaat foar it lêzen yn dyselde taal. Der fynt ek oerdracht of transfer plak nei de oare taal. Giet it lêstempo bygelyks foarút by it Frysk, dan is dat meastal ek it gefal by it Nederlânsk, sûnder dêr spesifyk foar te oefenjen. Komt dêr ek noch aparte oefening by, dan wurde de lêsresultaten by it Nederlânsk noch better.

2.9.10.6 Begripend lêzen

Yn it ferline lei sawat alle klam op it technyske lêzen. Der waard faak klassikaal oefene. Om de tekst better te begripen, frege de learkrêft nei de betsjutting fan drege wurden. Der waard ferûndersteld dat de bern mei dy klassikale (technyske) oefening op 'en doer selsstannich lêze koene.

It is yn prinsipe mooglik dat bern flot lêze kinne sûnder de tekst te begripen. Sy behearskje dan wol de technyk fan it lêzen, mar it doel dêr't it úteinlik om giet - nocht belibje oan in ferhaal of ynformaasje opdwaan út in tekst - wurdt net berikt.

Der is dus aparte oefening nedich om better mei teksten om te gean. Dy oefening fynt plak by it begripend lêzen. By it begripend lêzen krije de bern strategyen oanrikt. As dy strategyen goed tapast wurde, kinne sy de tekst better begripe.

De earste strategy dy't de learkrêft de bern oanrikt, is it lêsdoel. Lêzen dochst mei in bepaald doel, bygelyks troch in ferhaal in spannend aventoer belibje, op 'e hichte reitsje fan in aktualiteit, wat te witten komme oer in bepaald ûnderwerp.

De twadde strategy, it bepalen fan de tekstsoart, is relatearre oan de earste. Wy ûnderskiede ferhalen, artikels, ynformative teksten, ensfh. In ferhaal kin as lêsdoel ha it belibjen fan in spannend aventoer. In krante-artikel hat as doel it op 'e hichte reitsjen fan nijs. In ynformative tekst jout ynformaasje oer in bepaald ûnderwerp.

De tredde strategy hat te krijen mei de ynhâld. As de bern globaal de tekst besjogge, bygelyks titel, kopkes en yllustraasjes, kinne se al wat oer de ynhâld sizze. Sûnder de hiele tekst te lêzen, krije se dus al in bepaald byld fan wêr't it oer giet.

De fjirde strategy is rjochte op 'e kennis fan de bern oer it ûnderwerp. Troch it tapassen fan de tredde strategy - foarútsjen op de ynhâld - is it ûnderwerp al bekend. De bern jouwe by de fjirde strategy oan wat sy al oer it ûnderwerp witte.

De boppesteande strategyen komme foar it lêzen fan de tekst oan de oarder. De learkrêft en de bern prate oer it lêsdoel, de tekstsoart, se sjogge foarút op 'e ynhâld en de bern fertelle wat se al witte oer it ûnderwerp.

De fiifde strategy hat te krijen mei de ferskillende manieren fan lêzen. De bern kinne nammentlik teksten op ferskillende manieren lêze: globaal lêze, parsjeel lêze, sekuer lêze, kritysk lêze en studearjend lêze.
By globaal lêzen giet it each oer titel, kopkes en eventuele yllustraasjes om de ynhâld rûchwei te bepalen.
By parsjeel lêzen wurdt in diel fan de tekst lêzen, bygelyks de earste en lêste alinea. De ynlieding yn de earste en de konklúzjes yn de lêste alinea fertelle al in protte oer de tekst.
By sekuer lêzen wurdt de hiele tekst yn detail lêzen. De bern reitsje op 'e hichte fan de haad- en bysaken.
By kritysk lêzen tinke de bern nei oer bygelyks de miening fan de auteur; sy jouwe ek har eigen miening oer it ûnderwerp.
By studearjend lêzen brûke de bern bepaalde strategyen om de kearn fan de tekst te

ûnthâlden, bygelyks it gearfetsjen fan de ynhâld yn in skema.

De learkrêft kin oanjaan hoe't de bern de tekst lêze moatte. De ferskillende lêsmanieren kinne ek yn de opdrachten ferwurke wêze (sjoch it foarbyld hjirûnder).
As de bern op 'e hichte binne fan de manieren fan lêzen, lêze se de tekst.

Nei't de tekst lêzen is en de opdrachten makke binne, komt de lêste faze oan de oarder. De learkrêft sjocht mei de bern werom op wat der dien is. Dat wurdt ek wol refleksje neamd.
Yn dizze faze kinne de folgjende aspekten besprutsen wurde:
* Is it lêsdoel dat wy earder fêststeld ha, berikt?
* Sprekt de tekstsoart dy oan? Watfoar soarte tekst lêst it leafst?
* Is útkommen watst fan de tekst ferwachte hiest?
* Bist mear te witten kommen as watst sels al oer it ûnderwerp wist?
* Watfoar problemen bist by it lêzen tsjinkommen?

It foargeande is yn it folgjende skema gearfette (sjoch foar in mear útwurke skema haadstik 8.12.4.).

Foar it lêzen	*It lêzen sels*	*Nei it lêzen*
Strategy 1 - lêsdoel Strategy 2 - tekstsoart Strategy 3 - foarútsjen Strategy 4 - foarkennis Strategy 5 - lêsmanieren	globaal lêze parsjeel lêze sekuer lêze kritysk lêze studearjend lêze	is it lêsdoel berikt? spruts de tekstsoart oan? is de ferwachting útkommen? bist mear te witten kommen?

De measte skoallen brûke in Nederlânsktalige metoade foar it begripend lêzen. Dêr wurde de lêsstrategyen systematysk mei oefene. Dyselde strategyen kinne de bern ek tapasse op Fryske teksten. Wat de bern leard ha by de iene taal (Nederlânsk), jildt ek foar de oare taal (Frysk). Dat wurdt transfer neamd.
Om de transfer goed ferrinne te litten, is it nedich dat de bern de lêsstrategyen ek mei Fryske teksten oefenje. In foarbyld fan in Fryske les, is hjirûnder opnommen.

It ferhaal fan in hea-skipper út Warkum

Yntroduksje

De learkrêft stelt de folgjende fraach: "Wa hat wolris in gevelstien sjoen?"

Foar it lêzen

De bern besjogge de yllustraasje fan de gevelstien.
De learkrêft stelt de folgjende fragen:
* Ast sa'n gevelstien besjochst, wat soest dan witte wolle?
* Ast de titel lêst, wat kinst dan al oer de tekst sizze?
* Besjoch de tekst sûnder te lêzen. Watfoar soarte fan tekst is it?
* Wat soe it wurk fan in hea-skipper wêze?
* Lês de titel en de beide kopkes.
Meitsje opdracht 1.

Opdracht 1

Lês de titel en de beide kopkes.
Lês dan de sinnen hjirûnder.
Skriuw sels in sin achter de stjerkes.

De heaskipper fart nei de boer mei hea.
*
De skipper laadt it hea yn it skip.
Dan fart er nei de boer sûnder hea.
*

It lêzen fan de tekst

* De bern lêze de tekst sa't it yn de opdrachten oanjûn is.

Nei it lêzen

* By it neibesprek stiet opdracht 3 sintraal. De bern reagearje op elkoars antwurden.
* De beide dialogen wurde spile.

It ferhaal fan in hea-skipper út Warkum

Hasto wolris oan hea rûkt? Hearlik net?
Ik bin gek op hea.
Net allinnich om't it sa lekker rûkt.
Nee, ik fertsjinje myn jild der ek mei.
Ik bin hea-skipper.
Simmerdeis help ik de boeren mei it ynheljen fan it hea.
Soms kin de hynder-en-wein net by in stik lân komme.
Dan far ik der mei myn skip hinne.
Ik snúf djip en rûk it hea al út 'e fierte.
As ik der bin, laad ik it hea yn.
En dêrnei bring ik it nei de skuorre.
Wat is it dan prachtich om te silen!
Sjongend far ik oer de poel:
Hjoed skynt foar my de sinne,
want ik ha wol wat fertsjinne.

De boer mei hea
Winterdeis is it waar minder.
Mar dan moat ik myn slach wol slaan.
By guon boeren rekket it hea op.
Ik far dan nei in boer ta dy't genôch hea hat.
Hoe't dat yn syn wurk giet?

Skipper	Ik wol graach hea fan jo keapje.
Boer	It is foar ús boeren in minne tiid.
Skipper	Ik betelje jo derfoar.
Boer	It hea is djoer.
Skipper	Mar de kwaliteit hat wolris better west. Ik betelje jo der net it measte foar… fiif gûne.
Boer	Dat moat dan mar trochgean.

De boer sûnder hea
Ik far mei myn fracht nei de boer dy't gjin hea mear hat.
Hoe giet it dêr?

Skipper	Ik ha in fracht hea foar jo.
Boer	Hoefolle moat it kostje?
Skipper	Fyftjin gûne.
Boer	Jo binne wol djoer, skipper.
Skipper	Mar it hea is fan poerbêste kwaliteit, boer.
Boer	It is foar ús boeren in minne tiid.
Skipper	Ik sil it goed mei jo meitsje… tsien gûne.
Boer	Dat moat dan mar trochgean.

In oere letter far ik sjongend oer de poel:
Hjoed skynt foar my de sinne,
want ik koe fiif gûne winne.

Opdrachten

Opdracht 1

Lês de titel en de beide kopkes.
Lês dan de sinnen hjirûnder.
Skriuw sels in sin achter de stjerkes.

De heaskipper fart nei de boer mei hea.
Hy freget: "Kin ik hea fan jo keapje, boer?"
*
De skipper laadt it hea yn it skip.
Dan fart er nei de boer sûnder hea.
*

Opdracht 2

Lês de earste beide sinnen fan de tekst.
Dat binne fragen.
Wa stelt de fragen?
Oan wa wurde de fragen steld?
Jou antwurd op de fragen.

Opdracht 3

Lês de beide toanielstikjes sekuer.
Hoe kinst witte dat de skipper en de boeren lang lyn libben?

De skipper seit by beide boeren wat oer it hea.
Mar hy seit net itselde.
Wat seit er by de iene boer? En wat by de oare?

Hoefolle fertsjinnet de skipper oan it hea?

Opdracht 4

Lês de tekst hielendal.
De skipper fynt dat er in moai berop hat.

Fynsto hea-skipper ek in moai berop? Wêrom wol/net?
Fynsto dat de skipper earlik is? Wêrom wol/net?

Opdracht 5

Tekenje de gevelstien nei.
Skriuw der trije sinnen ûnder dy't by de heaskipper hearre.
Unthâld dy sinnen.

2.9.10.7 Yntegraal lêzen

It ûnderwiis moat net bestean út allegearre losse aktiviteiten. De learkrêft makket de bern der bewust fan dat de aktiviteiten op de iene of oare manier by elkoar hearre. Dat jildt ek foar de lêsaktiviteiten. As de ferskillende lêsaktiviteiten yn beide talen yn in wykprogramma (of yn in programma fan fjirtjin dagen) opnommen wurde, ûntstiet der gearhing. Wy sprekke yn dat ferbân ek wol fan yntegraal lêzen.
Hjir folget in foarbyld fan yntegraal lêzen.

De learkrêft giet nei oft it mooglik is om in ferbân te lizzen tusken bygelyks it tema fan wrâldoriïntaasje dat yn dy wike oan de oarder is, en bepaalde lêsboeken of it ûnderwerp fan in begripend lêsles. Om dat te kinnen, moat der in oersjoch wêze fan de tema's fan wrâldoriïntaasje, de ûnderwerpen fan de lêsboeken en fan de lessen begripend lêzen.

Les 1
Trioellêzen
De learkrêft jout de relaasje oan tusken it (wrâldoriïntaasje)tema, bepaalde lêsboeken en eventueel in begripend lêsles. In pear bern fertelle oer it lêsboek dêr't sy by trioellêzen út lêze (lêspromoasje).
Elk bern lêst fierder yn syn eigen boek (trioellêzen); dat kin sawol in Nederlânsk as in Frysk boek wêze.

Les 2
Tutorlêzen Nederlânsk
De bern lêze yn groepkes fan twa út in Nederlânsk boek. De learkrêft begeliedt in groepke swakke lêzers.

Les 3
Begripend lêzen Nederlânsk
De learkrêft jout in les út 'e Nederlânske metoade begripend lêzen.

Les 4
Tutorlêzen Frysk
De bern lêze yn groepkes fan twa út in Frysk boek. De learkrêft begeliedt in groepke swakke lêzers.

Les 5
Begripend lêzen Frysk
De learkrêft jout in les begripend lêzen mei in Fryske tekst.

Les 6
Trioellêzen
De bern lêze fierder yn har eigen boek (trioellêzen); dat kin sawol in Nederlânsk as in Frysk boek wêze.
In pear bern fertelle yn de twadde helte fan de les wat oer har boek en lêze der in stikje út foar (lêspromoasje).

2.9.11 Lêzen en boekpromoasje

2.9.11.1 Ynlieding

It lêzen wurdt op skoalle oanleard as in ynstrumintele feardichheid. Om teksten begripe te kinnen, is it nedich dat de bern fluch en krekt dekodearje kinne. Dochs moat der fan it begjin ôf ek omtinken wêze foar it begripen fan de tekst. Te lang hingjen bliuwe yn de technyske feardichheid soarget derfoar dat guon bern passyf begjinne te lêzen, sûnder derby nei te tinken. Sa'n oanpak is net stypjend foar it tekstbegryp en de lêsmotivaasje. Dêrom is it nedich dat der fuort omtinken is foar it begripen fan de tekst en it stypjen fan de lêsnocht. Dat kin mei fragen as: Wêr giet it oer? Hoe sil it ôfrinne?
As de bern ienkear it technyske lêzen ridlik behearskje, komt de oerstap nei frijere foarmen fan lêzen. De bern kinne bygelyks sels boeken kieze binnen it nivo dat se oan kinne. Yn in twa- of meartalige situaasje moatte der boeken en teksten wêze yn mear talen.

2.9.11.2 Doel

It doel fan motivearjend lêzen en boekpromoasje is dat bern positive ûnderfinings opdogge mei lêzen en boeken. Se leare dat it spannend en nijsgjirrich is en dat se der nocht oan belibje kinne.

2.9.11.3 Motivearjende lêsaktiviteiten

Motivearjende lêsaktiviteiten foar de midden- en boppebou binne:

- De bern lêze geregeld foar harsels; sy hawwe kar út in fariearre boeke-útstalling of de skoalbiblioteek.
- Learlingen lêze in spannend fragmint út in boek oan de groep foar.
- De learkrêft praat mei in lytse groep oer in tekst of in boek, wylst de oare learlingen frij lêze.
- De learkrêft lêst geregeld foar oan de hiele groep.
- Learlingen lêze foar oan beukers (ien op ien).

2.9.11.4. Boekpromoasje

Der binne in protte aktiviteiten dy't mei boekpromoasje te krijen ha. Dat fariearret fan foarlêze oant prate oer en útbyldzje fan gefoelens dy't yn it boek of ferhaal foarkomme.
Yn it lokaal stiet in ferskaat oan boeken. Der binne ek tydskriften en oan de muorre hingje boeke- of gedichteposters.
Fierder is der omtinken foar nije boeken. Hoe sjocht bygelyks in nij boek der út? Ha wy al faker in boek fan deselde skriuw(st)er yn de groepsbiblioteek hân? Der kin ek in spannend stikje út it nije boek foarlêzen wurde, dat de bern nijsgjirrich makket nei hoe't it fierder giet.
Hjir folget in tal aktiviteiten foar boekpromoasje. De rige is uteraard net folslein.

- Skriuwer op skoalle

De learkrêft hat yn it foar de komst fan de auteur of yllustrator mei de bern taret. Der binne gegevens oer sammele, dy't op papier steane. De groep praat deroer en betinkt ynterviewfragen. De learkrêft en bern prate ôf wa't watfoar fraach stelle sil.

- Meidwaan oan in boekesjuery

Njonken de lanlike *Kinderjury* bestiet de Fryske Berneboekesjuery. De bern kieze út in tal boeken de trije moaiste. Om de bern te helpen by it beoardieljen fan boeken is de folgjende kaart in helpmiddel.

Foar it lêzen

Wat fynsto fan:

	moai	giet wol	neat oan
it omslach	☐	☐	☐
de titel	☐	☐	☐
de yllustraasjes	☐	☐	☐

Nei it lêzen

Wat fynsto fan de ynhâld?

	ja	in bytsje	nee
wie it spannend	☐	☐	☐
wiesto nijsgjirrich nei de ôfrin	☐	☐	☐

	ja	miskien	nee
wolsto noch in boek fan dizze skriuwer lêze	☐	☐	☐

As de bern de kaart ynfolle ha, wurdt besjoen watfoar boek it measte *moai* en *ja* skoard hat. Is elk it mei de útslach iens? Der kin ôfwikseljend meidien wurde oan de Fryske of Nederlânske boekesjuery.

- Besite oan in biblioteek

Foardat de groep nei de biblioteek giet, is de besite taret yn de groep. Wa fan de bern hat ûnderfining mei de biblioteek? Begripen as boekepaske, streekjeskoade, útlientiid en sa komme oan de oarder. De fragen dy't oerbliuwe, wurde opskreaun om oan de biblioteekmeiwurker te stellen.

- In reklamespot meitsje

De bern krije geregeld de gelegenheid om in reklamespotsje oer in boek foar de sabeare televyzje te presintearjen. It docht bliken dat sokke boeken troch oare bern ek wer mear lêzen wurde.

2.9.12 Skriuwaktiviteiten

2.9.12.1 Ynlieding

Lytse bern sizze dat se skriuwe, as se mei potlead of pinne krabbels op papier sette. It skriuwen hawwe se ôfsjoen fan folwoeksenen. De krabbels foldogge earst net oan de foarmen dy't letters ha. De bern ferbine oan har krabbels soms in eigen betsjutting. Dêrmei ha se begrepen wat skriuwen is: foarmen op papier sette dy't in betsjutting ha.

Yn it earstoan ha de bern sa ek tekeningen makke: krabbels dêr't folwoeksenen noch net folle konkreets yn sjen kinne. Mar de bern beneame de krabbels: iksels, mem, heit, it hûs. Yn de fierdere ûntwikkeling begjinne de krabbels mear te lykjen op 'e realiteit.

De bern ûntdekke dan dat der ferskil is tusken tekeningen en skrift. It skrift liket net op 'e realiteit, mar bestiet út tekens dy't nei de realiteit ferwize. De letters fan har namme, dy't sy al gau skriuwen leare, ferwize nei harsels. Oare kombinaasjes fan letters tsjutte op oare

minsken of de dingen om har hinne.

As de bern dy kombinaasjes fan letters lêze en skriuwe kinne, dan behearskje se de elemintêre lês- en skriuwhanneling (sjoch haadstik 8.9.).

2.9.12.2 Skriuwattitude

Al yn in betide faze is it foarbyld fan folwoeksenen foar de skriuwûntwikkeling fan belang. Bern sjogge dat heit en mem skriuwe - in boadskipkelistke, in kaart, in brief - en wolle dat ek dwaan. Letter komt dêr it foarbyld fan liedsters en learkrêften noch by.
Tagelyk of miskien yn plak fan it skriuwen spilet it wurkjen mei de kompjûter in rol. De bern sjogge dat de âlders tekstferwurkje en e-maile. Sy wurde har bewust dat de kompjûter yn alle sektoaren fan de maatskippij brûkt wurdt. It produsearjen fan teksten op 'e kompjûter hat sawat it plak ynnommen fan it skriuwen op papier.
Dochs sille de bern it belang fan beide ynsjen moatte. It sil yn de takomst net alhiel sûnder de pinne kinne, want net altyd is it handich om de kompjûter te brûken. It meitsjen fan in boadskipkelistke, koarte notysjes, in ferslach fan in gearkomste binne dêr foarbylden fan.
It ûntwikkeljen fan in positive skriuwattitude is dus rjochte op it skriuwen sels (op papier) en op it tekstferwurkjen (op 'e kompjûter).

2.9.12.3 It projekt oer bouwe en wurk

Yn paragraaf 9.1. is it foarbyld fan in projekt oer bouwe en wurk jûn as útgongspunt fan taalûnderwiis yn de midden- en boppebou.
De folgjende skriuwaktiviteiten kinne yn it ramt fan it projekt plak fine:
* De bern hâlde in deiboek fan de bou-aktiviteiten by.
* De bern skriuwe in brief oan de gemeente mei de fraach om ynformaasje oer it bestimmingsplan.
* De bern stelle fragen op foar in ynterview, dat se mei de oannimmer hâlde sille.
* De bern wurkje it ynterview út yn in ferslach.
* De bern skriuwe in artikel oer it projekt foar de skoalkrante of de pleatslike/regionale krante.
* De bern betinke in toanielstikje mei de titel 'Strop yn de bou', skriuwe dat út en fiere it op.

2.9.12.4 Funksjoneel skriuwen

Yn it ferline wiene der twa skriuwaktiviteiten: de stavering en it opstel. Der lei in grutte klam op 'e stavering, want ien fan de belangrykste doelen wie it skriuwen sûnder flaters. Sa no en dan moasten de bern in opstel meitsje. Sy koene dêrby kieze út in tal ûnderwerpen of mochten sels in ûnderwerp betinke. It opstel waard meastal beoardiele op ynhâld en skriuwflaters. Inkeld dy beoardieling wie dan ek de motivaasje foar de bern om in goed ferhaal te skriuwen.

De teksten dy't de bern meitsje, moatte in funksje ha. Dy funksje moatte de bern witte, foar't se begjinne te skriuwen. Yn it foarbyld fan it projekt oer bouwe en wurk wurdt wat mei dy teksten dien: de bern brûke bygelyks it deiboek as ynformaasjeboarne; de brief tsjinnet derfoar om ynformaasje te krijen fan de gemeente; fan it ynterview meitsje se in ferslach; it artikel komt yn de krante; it toanielstikje wurdt opfierd.

De skriuwaktiviteiten fan de bern moatte dus gjin doel op harsels wêze. Of inkeld skreaun wurde mei it doel in tekst op te bouwen en de stavering ta te passen. Dy oefening yn taal is fansels ek belangryk. Mar it úteinlike doel moat wêze dat de teksten fan de bern brûkt wurde lykas dat yn de maatskippij ek bart. En omdat de teksten in funksje ha, moatte ynhâld en foarm sa goed mooglik wêze.
Mei it funksjonele skriuwen leare bern eins trije dingen tagelyk: ynhâld, foarm en funksje fan teksten.

2.9.12.5 Skriuwen leare

By it skriuwen fan it tradysjonele opstel, krigen de bern de folgjende oanwizings:
* Kies in ûnderwerp út it rychje op it boerd of betink sels in ûnderwerp.
* Tink derom dat elke nije sin begjint mei in haadletter.
* Meitsje gjin skriuwflaters.

Dy oanwizings binne net foldwaande om bern te learen om in tekst te skriuwen. De bern moatte û.o. ek witte hoe't sy in tekst opbouwe moatte, wat in passende titel is en hoe't sy in tekst ferbetterje kinne. Sy moatte yn de rin fan de tiid skriuwstrategyen oanleare:

1. It bepalen fan it ûnderwerp: wêr moat it oer gean?
De bern meitsje in wurdskema: it ûnderwerp stiet yn de midden, de aspekten komme der omhinne.
2. It bepalen fan de doelgroep: foar wa wurdt skreaun?
De bern leare dat in mearke om foar te lêzen hiel oars opboud wurdt as in tekst foar in presintaasje of in brief oan de gemeente.
3. De opbou fan de tekst: hoe is de folchoarder?
De bern meitsje in tekstskema: earst in oanrin, dan it kearndiel en oan de ein de oplossing/konklúzje.
4. It skriuwen fan de tekst neffens it tekstskema.
5. It korrizjearjen fan de tekst: rinne de sinnen goed en binne de (drege) wurden goed skreaun? De bern brûke by twivel in wurdboek.
6. It opmeitsjen fan de tekst: kin de foarm dúdliker?
De bern diele de tekst yn yn alinea's, betinke tuskenkopkes en in titel.
7. It útdraaien fan de tekst: hoefolle eksimplaren binne nedich?

De bern leare de strategyen op twa manieren: troch it foarbyld fan de learkrêft en troch it sels tapassen.
It foarbyld fan de learkrêft is tige belangryk. Yn it earstoan sil de learkrêft mei de bern faak ris in mienskiplike tekst meitsje. Lûdop wurde de ferskillende strategyen 'foardien': earst ûntstiet it wurdskema, dan wurdt oer de doelgroep praat, neffens it tekstskema komt de tekst op it boerd, ensfh.
Troch sels ek ferskillende soarten teksten te skriuwen, oefenje de bern yn it tapassen fan de skriuwstrategyen.

2.9.12.6 Yn twa talen

Skriuwstrategyen binne algemien jildich. De bern kinne dy sawol tapasse foar it Nederlânsk as it Frysk. Hawwe de bern de strategyen oefene mei Nederlânske teksten, dan kinne dy ek brûkt wurde by it skriuwen fan Fryske teksten. Dat wurdt transfer neamd.
Yn de nijste Nederlânske taalmetoaden is in learline opnommen foar it skriuwen fan teksten. Yn dy line wurde de skriuwstrategyen systematysk oanleard.

2.9.12.7 Learline Frysk

Der is noch gjin moderne Fryske taalmetoade mei in learline 'Skriuwen'. Wol is der foar it Frysk in line foar it oanlearen fan de stavering.
De stavering is in ûnderdiel fan it taalûnderwiis. De bern leare en oefenje de staveringsregels om dy ta te passen yn har teksten. It giet derom dat de kennis fan de stavering funksjoneel wurdt: de bern moatte dy brûke by it skriuwen fan teksten.

Yn de rin fan de basisskoalle wurdt de Fryske stavering stap foar stap oanleard. Dat begjint al yn de beukerbou, as de learkrêft op 'e tekeningen fan de (Fryskpratende) bern Fryske wurden skriuwt.
As de bern yn groep 3 of 4 mei it lêzen yn it Frysk begjinne, rint it skriuwen fan Fryske wurden en sinnen dêr parallel mei. De wurden dy't by it Fryske lêzen oanleard binne, kinne de bern ek skriuwe.
It skriuwen yn it Frysk komt ek oan de oarder yn de Fryske taallessen. As in bepaald tema behannele wurdt, leare de bern om de kearnwurden korrekt te skriuwen. De staveringsregels dy't dêrop fan tapassing binne, wurde tagelyk oanleard.

Yn groep 7/8 komt de Fryske stavering mei de metoade *Skriuwtaal* systematysk oan de oarder. Under oaren wurde de folgjende gefallen behannele:

de f yn flinter	de l yn âld	de aai yn kaai	de ea yn beam
de s yn swan	de n yn minske	de â yn brân	de oa yn boat
de ch yn droech	de y yn wyt	de ê yn stêd	de uo yn guod
de g yn guod	de ie yn grien	de ô y genôch	de ue yn suertsje
de w yn liuwen	de ii yn iis	de û yn fûke	de eo yn freon
hj yn hjoed	de ij yn bij	de oe yn toer	
de r yn moard	de ei yn ein	de ú yn thús	

Nêst de Fryske stavering en de 'Nederlandse spelling' krije de bern de oare skriuwstrategyen oanbean. Dêr is yn de Nederlânske taalmetoaden in learline foar opnommen. De learkrêft kin de skriuwstrategyen dy't by it Nederlânsk oanleard binne, tapasse litte by Fryske teksten yn ferskillende sjenres:

ferhaal	beskriuwing
deiboek	ferslach
dialooch	ynterview
toanielstik	gearfetting
gedicht	artikel
liet	advertinsje
list	taspraak
gebrûksoanwizing	brief
resept	útnoeging

2.9.12.8 Wurkfoarmen

Der binne ferskillende wurkfoarmen dêr't de skriuwstrategyen by oanleard of tapast wurde, bygelyks:

1. De mienskiplike skriuwaktiviteit
De hiele groep docht mei by it betinken fan de tekst. De learkrêft tinkt lûdop mei en ferwurdet sa de ferskillende skriuwstrategyen. Hy skriuwt de sinnen ien foar ien op it boerd of in grut stik papier. Sa ûntstiet der in goed rinnend ferhaal mei korrekte sinnen. De bern kinne de tekst letter oerskriuwe.

2. Skriuwe yn twatallen
By it skriuwen yn twatallen skriuwe de bern ien tekst. A skriuwt in sin of in koarte alinea op; tusken de sinnen is hieltyd in lege rigel. A lêst syn sin of alinea foar oan B. As de lêste kommentaar jûn hat, bringt A korreksjes oan. Dan is it de beurt oan B om te skriuwen, ensfh.

3. Skriuwe yn groepen
De bern skriuwe yn in groep fan fjouwer in ferhaal. De taken binne ferdield: der is in

foarsitter, in skriuwer, in foarlêzer en in einredakteur. De bern betinke mei elkoar sin foar sin in tekst. De foarsitter jout de beurten. De skriuwer notearret de sinnen. Dêrnei lêst de foarlêzer de tekst op. De foarsitter jout beurten foar kommentaar. De einredakteur skriuwt de úteinlike tekst.
In oare mooglikheid is dat de bern earst in ferhaal betinke. Se ferdiele it ferhaal yn parten en skriuwe elk in part. Nei it kommentaar wurde de korreksjes oanbrocht en de ferskillende parten ta ien tekst makke.

4. Skriuwe yn in deiboek
Elke dei krije in pear bern de gelegenheid om yn it groepsdeiboek te skriuwen oer wat se belibbe ha. Se meie oan de ein fan de dei har tekst foarlêze.

5. Skriuwe yn it ferhaleboek
Der is yn de groep in ferhaleboek, dêr't de bern selsbetochte ferhalen yn skriuwe. Se kinne thús of op skoalle ek in ferhaal op 'e kompjûter ynbringe. De útdraai plakke se yn it ferhaleskrift. As in ferhaal ôf is, wurdt it foarlêzen.

6. Skriuwe yn it reaksjeboek
It reaksjeboek is bedoeld foar reaksjes fan de bern oan de learkrêft. Ien kear yn de wike reagearret de learkrêft yn itselde skrift op wat de bern skreaun ha. Op dy wize hat it skriuwen foar de bern in funksje.

7. Skriuwe fia e-mail
De bern kinne ek korrespondearje fia e-mail. Dat kin yntern, tusken bepaalde groepen op 'e eigen skoalle. It kin ek ekstern, tusken ferskillende skoallen. Binne der kontakten mei skoallen yn it bûtenlân, dan is dat ien fan de kânsen om de Ingelske les funksjoneler te meitsjen.

2.9.13 Taalskôging

2.9.13.1 Ynlieding

Njonken it harkjen, lêzen, praten en skriuwen is der noch in fiifde faset fan taal: it taalskôgjen. Taalskôging is refleksje op taal en taalgedrach. Minsken brûke net allinnich taal, se tinke ek nei oer taal en taalgedrach. Dat docht bygelyks ien dy't hiel dúdlik wat útlizze wol, dat docht in kabaretier dy't in grap nedich hat of in dichter dy't in tekst mei in dûbele boaiem betinkt.
Yn it ferline wie binnen it taalûnderwiis it ûntleden fan sinnen de meast foarkommende foarm fan taalskôgjen. Taalskôging is hjoed de dei in folle breder begryp, dêr't grammatika mar in lyts ûnderdiel fan is. Wylst it ûntleden fan sinnen beheind is ta it taalsysteem, jout taalskôgjen folle mear mooglikheden, tink bygelyks mar oan dieretaal of lichemstaal.
Yn in twa- of meartalige skoalle lizze der ekstra mooglikheden om oan taalskôging te dwaan. It ferlykjen fan talen leit foar de hân, mar ek de sosjale aspekten komme hast fanselssprekkend oan de oarder. Bygelyks it ferskynsel dat Fryske bern har taal faak oanpasse oan dy fan Nederlânsktaligen is in foar de hân lizzend ûnderwerp foar besprek. Omtinken foar taalskôging freget it fergrutsjen fan de kennis en ynteresse foar taalferskynsels by learkrêften. It folgjen en begelieden fan de bern by it neitinken oer taal en taalgedrach, freget ek adekwaat didaktysk hanneljen. De learkrêft moat kennis fan saken hawwe en ynteresse yn taalferskynsels. Hy/sy lit dan de bern merke dat der belangstelling is foar taalgedrach, sawol mûnling as skriftlik.
It freget didaktyske feardichheden om taalskôging binnen it ûnderwiisprogramma yn te bêdzjen en út te fieren. De fragen dy't dan oan de oarder komme binne: wat is nijsgjirrich foar bern, wannear stel ik dat oan de oarder en hoe doch ik dat?
It terrein fan de taalskôging kinne wy yn twa parten ferdiele: neitinke oer de taal sels èn neitinke oer taalgedrach.

2.9.13.2 Doelen

Taalskôging is in middel om de folgjende doelen te berikken:
- De taalfeardigens te fergrutsjen.
- Studearjen oan te learen.
- De stavering better te begripen.
- Ferbinings mei frjemde talen te lizzen.
- De memmetalen fan bern mei elkoar te ferlykjen.
- Better nei te tinken.
- Bewuster yn de wrâld te stean.

Taalskôging is in middel om doelen te berikken, mar it is ek in doel op himsels, nammentlik aardichheid belibje oan taal en kultuer.

2.9.13.3 Wurkwize

Faak dogge har spontaan dingen foar dy't mooglikheden jouwe ta taalskôgjen. Taalskôging hat gau ris te krijen mei stilstean by gewoane taalferskynsels. De echte taalmaster hellet út dy aktualiteit syn ûnderwerpen.
De wurkwize ferrint meastentiids fia in tal stappen:
1. Signalearje en oriïntearje.
2. Foarbylden sammelje.
3. Foarbylden oarderje en beprate.
4. Regel(s) formulearje, tapasse of konklúzjes lûke.
5. Ferlykje mei de earste fynst.

2.9.13.4 Underwerpen

Underwerpen foar taalskôging binne der legio. Se lizze by wize fan sprekken op strjitte. Tink mar oan úthingbuorden en gevels.
Hjir folget in opsomming fan taalferskynsels dy't har liene foar taalskôging:
- Eponimen - wurden dy't fan eigennammen ôfkomstich binne, bygelyks: *bintsje* (de jirpel *bintsje* is neamd nei in famke Bintsje dat by master De Vries fan Sumar yn de groep siet; master De Vries kweekte nije jirpelrassen en dy moasten in namme hawwe),*sandwich* (graaf fan Sandwich).
- Nederlânske wurden yn it Frysk *(neus, bijna, skaatse)*, oarsom bart it net safolle, in útsûndering is *klune*.
- Ingelsk dat wy om ús hinne hearre en sjogge.
- Riedsels, skelwurden, aparte wurden/útdrukkings *(wêr silst hinne, nei futsje finne).*
- Sinteklaasrym.
- Gearstalde wurden *(fyts-tas, muorre-anker, feest-tinte).*
- Dieretaal, gebeartetaal.
- Synonimen (fan rinnen binne der yn it Frysk in hiel soad: *panderje, oanpoatsje, skeanbilje*). - Nijfoarmings (*stojiske* fan it Nederlânske *stuifas*).
- Oansprekfoarmen.
- Flaainammen *(Nynke of Nine foar Grytsje en Kei foar Gerrit).*
- Stêfrym *(wrotte en wrame, sa bliid as in bern, biten en brokken, rap en rút, te kyk en te kak, roppe en raze, kreas as in krúsbei).*
- Nammedichten *(it Wilhelmus).*
- Manieren fan groetsjen, wy kinne trije manieren ûnderskiede:
  * winskje dat God dy beskermet *(it Ingelske Goodbye komt fan: God be with you)*;
  * winskje datst elkoar werom sjochst *(oant sjen, see you later)*;
  * winskje dat de oar frede, lok of woltier kriget *(vaarwel, Shalom).*
- Purisme, sms-taal, chatte.
- Etimology fan wurden: wêr komme wurden wei *(amerij fan ien Ave Maria).*

- Figuerlik taalgebrûk (*ien tsjin it liif rinne, earne mei liif en siel foar wêze).*
- Talen en dialekten.

2.9.13.5 Neitinke oer taal

By it neitinken oer taal komme de folgjende aspekten nei foaren:

- Fonemen, bygelyks it ferskil yn klank tusken ien- en twalûden *(wiid en wiet).*
- Morfemen, bygelyks ferlytsingswurden wurde foarme troch der in ferlytsingsútgong achter te setten *(kast - kastke, tafel - taffeltsje).*
- Wurden, bygelyks aparte wurden *(pommerant, stojiske)* of wurden dy't yn it Frysk en Nederlânsk gelyk binne *(bank, broer, tafel)*.
- Sinnen, bygelyks de folchoarder fan de tiidwurden *(Ik freegje oft hy komme sil* en *Ik vraag of hij wil komen).*
- Teksten, bygelyks ferskate soarten teksten *(in ferhaal, gedicht, brief, reklametekst).*
- Talen, bygelyks talen dy't oan elkoar besibbe binne of Frânske wurden yn it Frysk *(avesearje, krankyl).*

Foarbyld
Yn groep 7/8 wurdt in wrâldoriïntaasjeles jûn. Yn ien fan de lêsteksten komt it wurd *avesearje* foar. Master freget de bern wat dat wurd betsjut. In pear bern witte de betsjutting: opsjitte. Der wurdt fierder oer praat. It is eins wol wat in apart wurd, fynt Anny. Mar wol moai, heakket Wilfred deroan ta. Master fertelt dat it wurd út it Frânsk komt. 'Avancer' waard yn it Frysk avesearje.
Binne der noch mear wurden dy't út oare talen komme, is dan de fraach.
Master sil in stik of wat foarbylden sammelje. Hy makket in listke mei sokke wurden út it boek *Op 't aljemint* fan J.K. Dykstra. De bern sille thús freegje oft heit en mem noch sokke wurden kenne.
De oare deis komt master derop werom. Mei de groep nimt er in hiel listke fan wurden út oare talen troch, sa as:

- oerémus (= oerstjoer), komt fan it Latynske wurd *orémus* (= lit ús bidde).
- krankyl (= rêstich, bedaard) komt fan it Frânske *tranquille*, wat ek *rêstich* betsjut.
- ferdivedaasje (= fermeits, fertier, ûntspanning) komt ek út it Frânsk, fan it tiidwurd *se diverter* dat *jin fermeitsje* betsjut.
- komsa (it wie in drokte fan komsa = in hiele drokte) komt fan it Frânske *comme ça* (= sa, lyk as ditte).
- krekt komt fan it Frânske *correct.*
- mank (ús hûs stiet mank de beammen; tusken de beammen) hat relaasje mei it Ingelske *among* mei deselde betsjutting.
- risselwaasje meitsje (klear meitsje, tariede) komt fan it Frânske *résolution* (= beslút).
- kwizekwânsje (minsken fan kwizekwânsje binne belangrike, ynfloedrike minsken) komt fan it Frânske *conséquence* (= belang, gewicht).

As master de list mei de groep trochnommen hat, freget er wat opfalt. De measte wurden komme út 'e Frânske taal. Master fertelt fan it promininte plak dat it Frânsk hie by de steedhâlders fan Fryslân en ek yn de Frânske tiid.
It Latyn wie yn it ferline de deftige/hillige tsjerketaal.

2.9.13.6 Neitinke oer taalgedrach

By it neitinken oer taalgedrach binne de folgjende saken belangryk:

- De aard en de funksje fan taalhannelings, bygelyks wat is it ferskil tusken mûnlinge en skriftlike kommunikaasje?).
- Yndividuele aspekten fan taalgebrûk, bygelyks hoe ha ik as poppe de taal leard?).
- Sosjale aspekten fan taalgebrûk, bygelyks praatsto Frysk tsjin de dokter?).

- Taalferliking, bygelyks staveringsregels dy't yn it Frysk en Nederlânsk gelyk binne of krekt *net* gelyk binne).

Foarbyld
Yn in tafelpetear giet it oer fatsoensnoarmen en ôfspraken neikomme.
Sa komt it *dookjen* en *jookjen* op it aljemint. Dat ûnderwerp grypt de learkrêft oan om de bern sels oan it wurd te litten.

Learkrêft Wat sizze jimme tsjin jim heit en mem as jim har wat freegje wolle.
Stel jimme sitte te iten en do wolst it sâlt graach ha.
Folkert Mem, wol mem my it sâlt jaan?
Erica (*krekt ferhuze fan de Rânestêd hjirhinne*)
Jennie, mag ik het zout, alstublieft?
Annemieke Is Jennie dyn suske?
Erica Nee, dat is mijn moeder.

Der ûntstiet in petear. Guon bern fine it gewoan dat heit en mem by de foarnamme neamd wurde. Oare bern fine dat mar raar. Elmer wol ek wat sizze.

Elmer Papa, wil je mij het zout even geven?
Redmer Heit, wol heit my it sâlt jaan?
Master Hoe soest it oan pake of beppe freegje?
Wilma Opa, wilt u het zout even doorgeven?
Kees: Pake, wol pake my it sâlt jaan?

Master skriuwt foar himsels op hoe faak it wurd *jo* of *u* brûkt wurdt en wannear.
De konklúzje is dat der *jo* en *u* brûkt wurdt tsjin âldere minsken.
Fierder konstatearje de bern dat der aksintferskillen binne tusken Friezen en Hollanders. De Friezen dookje minder gau. Sy brûke ek faak de tredde persoan, bygelyks tsjin dokter:
"Wat seit dokter dêrfan?"

2.9.14 Taal en wrâldoriïntaasje

2.9.14.1 Ynlieding

Taal spilet in rol yn it hiele ûnderwiis. Yn alle fakken wurdt troch de learkrêft en de bern taal brûkt. De learkrêft jout bygelyks ynstruksje en de bern reagearje dêrop. As de bern yn groepen wurkje, is der ek kommunikaasje. Taal tusken learkrêft en bern en tusken de bern ûnder elkoar by de ferskillende fakken wurdt fiertaal neamd. Troch it korrekt brûken fan de fiertaal leare de bern in protte: wurden, útspraak, yntonaasje, sinsbou, ensfh.

2.9.14.2 Taal yn wrâldoriïntaasje

Ien fan de belangrykste fakken is wrâldoriïntaasje. De bern oriïntearje har yn de wrâld mei alle sintugen. Dy oriïntaasje fynt by jonge bern foaral plak troch it boartsjen. Dêrby brûke de bern taal. De dingen krije in namme en sa wurdt de wrâld oardere troch de taal. As de bern letter lêze kinne, komt der in mooglikheid by: wrâldoriïntaasje kin dan ek plak fine mei skriftlik materiaal. De bern lêze teksten en krije sa ynformaasje oer de wrâld. Troch it sels skriuwen fan teksten, bringe de bern in oardering oan dy't in grut berop docht op it tinken. De bern moatte nammentlik goed neitinke oer de ynhâld, de opbou, de ûnderdielen en de sinnen. Troch sels aktyf de wrâld te oarderjen, leare se it meast.

Yn it projekt oer bouwe en wurk komme de ferskillende aspekten fan wrâldoriïntaasje oan de oarder. De bern sjogge (sintúch) nei de bou-aktiviteiten en leare sa in protte fan de bou. As

se yn de nifelles sels huzen bouwe, oarderje se de wrâld mei de hannen (men soe dat in foarm fan boartsjen neame kinne). By it sjen en it neibouwen fan de huzen wurdt taal brûkt. Sa wurdt de sichtbere wrâld oardere troch begripen.
Dy oardering fynt ek plak yn de petearen tusken learkrêft en bern. Yn dy mûnlinge ynteraksje krije de ferskillende begripen in folling.
De bern lêze yn boeken, kranten, tydskriften en op ynternet ynformaasje oer de bou (wrâldoriïntaasje mei skriftlik materiaal). Se skriuwe sels ek teksten, bygelyks in ferhaal of meitsje in wurkstik (wrâldoriïntaasje mei eigen teksten).
De learkrêft brûkt yn it projekt ek it tema 'Wurk' yn de searje wrâldoriïntaasje foar groep 5/6. Yn it lesboek steane teksten oer de ferskillende aspekten fan wurk. Yn it wurkboek binne opdrachten opnommen foar it oarderjen fan de wrâld op papier; dat kin mei wurden, sinnen, langere teksten, skema's en tekeningen.

2.9.14.3 Taal foar wrâldoriïntaasje
Yn it foargeande is dúdlik wurden dat de bern, wylst se dwaande binne mei ûnderwerpen út 'e wrâldoriïntaasje, ek in protte taal leare. Mar taal komt boppedat apart oan de oarder, nammentlik by it fak taal. Der wie yn it ferline amper in dúdlike relaasje tusken taalûnderwiis en wrâldoriïntaasje. Elk fak hie in eigen learline: de ûnderwerpen, teksten en begripen wiene net opinoar ôfstimd. Dat is ek dreech, as de skoalle foar de ferskillende fakken metoades brûkt. Dy metoades folgje nammentlik in eigen rûte.
Dochs is it belangryk dat bern datjinge wat se yn it taallêsûnderwiis leard ha, tapasse kinne by wrâldoriïntaasje. Dan giet it benammen om:
* it begripen fan wurden yn teksten (wurdskat);
* it sels finen fan de betsjutting fan wurden (wurdlearstrategyen);
* it begripen fan de ynhâld fan in tekst (lêsstrategyen);
* it ûnthâlden fan de kearn fan in tekst (ûnthâldstrategyen).

Wurdskat
De learkrêft soarget derfoar dat de bern de betsjutting fan wurden leare. Dat kin yn in natuerlike situaasje: yn petearen, by it (foar)lêzen en yn ferhalen. Bern heine dus de betsjutting fan wurden op yn de kontekst dêr't se yn brûkt wurde.
De learkrêft kin de bern de betsjutting fan wurden ek systematysk oanleare. Dêrfoar brûkt er in bepaalde didaktyk yn fjouwer stappen:
* De learkrêft bringt it oan te learen wurd yn in bepaalde kontekst, bygelyks it wurd 'heipeal' wurdt ferbûn mei de bou fan in hûs. Tagelyk ropt er by de bern foarkennis op: hokker wurden passe der noch mear by? Sa ûntstiet in netwurk fan wurden.
Dat is de stap fan it *foarbewurkjen*.
* De leakrêft leit it wurd 'heipeal' út: hy lit bygelyks in plaatsje sjen (útbyldzje), jout in definysje (útlizze) en heakket der oare wurden oan ta (útwreidzje).
Dat is de stap fan it *semantisearjen.*
* De learkrêft soarget derfoar dat it wurd 'heipeal' ynslipe wurdt. It moat troch ynoefenjen yn it ûnthâld fan de bern komme. Dêr binne allerhanne wurkfoarmen foar, lykas riedspultsjes.
Dat is de stap fan de *konsolidaasje*.
* De learkrêft giet nei oft de bern it wurd 'heipeal' mei de betsjutting ûntholden ha.
Dat is de stap fan de *kontrôle*.

Wurdlearstrategyen
As bern yn teksten ûnbekende wurden tsjinkomme, kinne se faak sels wol achter de betsjutting komme. Dêr binne bepaalde strategyen foar, bygelyks:
* De sin dêr't it wurd yn stiet, seit al wat fan de betsjutting.
* As der yn it wurd in part foarkomt dat bekend is, seit dat al wat oer de betsjutting fan it hiele wurd.
* It wurdboek fertelt de betsjutting fan it wurd.
Dizze wurdlearstrategyen binne op in kaart skreaun, dy't foar de bern sichtber yn it lokaal hinget. Op 'en doer kinne sy de strategyen selsstannich tapasse.

Lêsstrategyen
By begripend lêzen hawwe de bern leard om it lêsdoel en de tekstsoart te bepalen, foarút te sjen op ’e tekstynhâld, de foarkennis te aktivearjen en ferskillende manieren fan lêzen ta te passen (sjoch paragraaf 9.10.6.). Dy lêsstrategyen jilde yn prinsipe foar alle soarten teksten, mar benammen foar ynformative. It is de bedoeling dat de bern de lêsstrategyen ek tapasse op ’e teksten fan wrâldoriïntaasje. As de bern in wrâldoriïntaasjetekst ûnder eagen krije, dan moatte se harsels de folgjende fragen stelle:
* Wat is it doel?
* Watfoar soarte tekst is it?
* Wat kin ik al oer de ynhâld te witten komme?
* Wat wit ik al oer it ûnderwerp?
* Hoe kin ik de tekst (earst) it bêst lêze?
Dy fragen moatte foar de bern in automatisme wurde. As it slagget om de strategyen dy’t by it begripend lêzen oanleard binne, automatysk ta te passen by wrâldoriïntaasje, dan is der sprake fan transfer.

Unthâldstrategyen
It is de bedoeling dat de bern de kearnsaken fan in bepaalde tekst ûnthâlde. By it lêzen wurdt dêrmei oefene. De bern krije yn de lêsles bepaalde ûnthâldstrategyen oanrikt, bygelyks:
* It sykjen fan de kearnwurden út in tekst.
* It meitsjen fan in wurdfjild.
* It opskriuwen fan kearnsinnen.
* It meitsjen fan in skema.
* It ûnderskieden fan haad- en bysaken.
* It meitsjen fan in gearfetting.
As de bern de ûnthâldstrategyen ek tapasse by de teksten fan wrâldoriïntaasje, dan is der sprake fan transfer.

2.9.14.4 Wurkwize

De metoaden foar taal en wrâldoriïntaasje folgje faak in eigen rûte. Dat makket it dreech om beide ûnderdielen mei elkoar te ferbinen. Dochs is it de muoite wurdich om te besykjen dy ferbining wol te lizzen. As der tematysk wurke wurdt, kin de learkrêft de folgjende rûte folgje:
* It kiezen fan in tema (út ’e Nederlânske metoade foar wrâldoriïntaasje).
* Ferlykbere tema’s sykje út ’e Fryske taalmetoade en it Fryske materiaal foar begripend lêzen en wrâldoriïntaasje.
* It selektearjen fan de kearnwurden út ’e tema’s.
* It oanlearen fan de kearnwurden mei de wurdskatdidaktyk.
* It oefenjen fan de lês-, wurdlear- en ûnthâldstrategyen yn de lêslessen.
* It tapassen fan de lês-, wurdlear- en ûnthâldstrategyen by de teksten fan wrâldoriïntaasje.

2.9.15 Taal en ekspresje

2.9.15.1 Ynlieding

Bern dogge de hiele dei yndrukken op: thús, op strjitte, op it skoalplein, yn de groep, út ’e boeken, fan de televyzje en de kompjûter, ensfh. Dy yndrukken ferwurkje se. Soms tinke bern deroer nei. Se hawwe der ek gefoelens by. Mar se reagearje der net allinnich yn it tinken en mei gefoelens op. De reaksjes komme faak ek nei bûten. As in jonge bygelyks in bal sjocht, draaft er der nei ta en skopt er him fuort. Bern ferwurkje de yndrukken ek troch te boartsjen. Se reagearje faak mei it lichem op yndrukken. De meast direkte útdrukking fan yndrukken fynt dus plak troch bewegings: ekspresje mei it lichem.

In oar middel om op yndrukken te reagearjen is de taal. De jonge dy't tsjin de bal skopt, ropt: "Goal!" In famke dat boartet, praat yn harsels of mei har freondinnen. Taal is dus ek in ekspresjemiddel.

2.9.15.2 Twa talen

In bern drukt him it bêst út yn de memmetaal. Dat is de taal fan it hert; dêr komme de gefoelens it bêst yn ta utering. Yn ynformele situaasjes sil in Frysktalich bern it Frysk brûke. Dat is faak oars yn formele situaasjes, bygelyks op skoalle. As de fiertaal dêr Nederlânsk is, sil in Frysktalich bern dy taal brûke. Hoewol't it Frysk him neier oan it hert leit, wurdt it gewoan fûn dat it Nederlânsk it ekspresjemiddel is.
Om alle bern har gerak te jaan, sil de skoalle sawol it Frysk as it Nederlânsk as fiertaal brûke moatte. Bern krije dan de gelegenheid om op bepaalde tiden de yndrukken yn de memmetaal te uterjen. Boppedat leare se ek om har út te drukken yn de twadde taal. Dat jildt net allinnich foar it mûnlinge taalgebrûk. De skoalle sil de bern ek de Fryske stavering leare moatte om Fryske teksten te skriuwen.

2.9.15.3 Begjinsituaasje

Op in skoalle mei in meartalich taalbelied is yn groep 1 o/m 4 de basis al lein foar sawol it Frysk as it Nederlânsk. De bern kinne beide talen ferstean en ek ienfâldige Fryske en Nederlânske teksten lêze. It praten yn beide talen sil foar de Frysktalige bern yn prinsipe minder problemen opleverje as foar de Nederlânsktalige. Mar der is alle war dien om dy lêsten oer de Fryske praatdrompel te krijen. Boppedat hawwe de bern net allinnich Nederlânske wurden en sinnen skreaun, mar binne se ek op in boartlike wize yn oanrekking kommen mei de Fryske stavering.
Yn groep 5 kin de learkrêft fierder bouwe op in twatalige basis. Is de fiertaal Nederlânsk, dan drukke de bern har mûnling en skriftlik út yn dy taal. De ekspresje fynt yn it Frysk plak, as dat de fiertaal is.

2.9.15.4 It projekt oer bouwe en wurk

De bern dogge op skoalle in protte yndrukken op. Dat is ek de bedoeling, want dêr leare se fan. Boppedat reagearje se op dy yndrukken, troch û.o. beweging en taal. Dêr leare se ek fan. It is de taak fan de learkrêft in lykwicht te finen tusken it opdwaan fan yndrukken en it uterjen dêrfan.
Wy nimme as foarbyld it projekt oer bouwe en wurk (paragraaf 9.1.) om bepaalde mooglikheden fan ekspresje oan te jaan.

Mûnlinge ekspresje
1. Prate oer it ûnderwerp
De learkrêft lit de bern in protte oan it wurd oer de bou-aktiviteiten. Sa kinne se de yndrukken dy't se opdien ha, uterje.
2. In ferhaal fertelle
De bern lêze in ferhaal oer it ûnderwerp en fertelle it nei. In fariaasje is it sels betinken en fertellen fan in 'bou-ferhaal'.
3. In toanielstikje opfiere
De bern betinke in toanielstikje, bygelyks oer it bouwen fan in hut en in spannend aventoer, dat se dêrnei opfiere.
De bern kinne ek in besteand toanielstikje opfiere.

Skriftlike ekspresje
1. Underskriften
De bern skriuwe teksten by foto's en tekeningen oer it tema.
2. Stripferhaal

De bern meitsje in stripferhaal oer de fazen fan de bou.
3. Puzel
De bern meitsje in puzel mei wurden oer de bou.
4. Gedicht
De bern skriuwe in gedicht, bygelyks oer it ark dat in timmerman brûkt: Ik bin in hammer en…
5. Dialooch
De bern skriuwe in dialooch, bygelyks tusken in hammer en in spiker of tusken in seage en in planke. In spesifike dialoochfoarm is it telefoanpetear.
6. Deiboek
De bern hâlde in deiboek fan de bou-aktiviteiten by.
7. Wurkstik
De bern meitsje in wurkstik oer it tema.

2.9.16 It nijsprikboerd

Yn haadstik 8.19 is in beskriuwing jûn fan it nijsprikboerd. Hjir folget in foarbyld fan it wurkjen mei sa'n boerd.

Nei oanlieding fan it projekt oer bouwe en wurk (paragraaf 9.1.), sammelje de bern ynformaasje oer bou-aktiviteiten. Yn de groep is al praat oer ferskate saken dy't mei bouwen en wurkjen te krijen ha. Ien fan de bern komt mei in berjocht út 'e pleatslike krante op skoalle. It giet oer in âlde seemanswente, dêr't noch in lytshûs by stiet (in soarte fan simmerhûs, dat yn it ferline troch de húshâlding bewenne waard, as de heit op see wie). It seemanshûs is mei in stoarm yn elkoar waaid. De gemeente sil it no restaurearje, want it is in monumint. Der stiet ek in foto fan it omwaaide hûs yn de krante. Oare bern ha foar it nijs heard dat der pannen fan it tsjerkedak waaid binne.

De learkrêft hâldt in petear mei de bern oer boppesteande saken.
Hjir folget in part derfan.

Learkrêft	Fertel ris, Peter, wêrom hast dit artikel meinommen?
Peter	Us heit lies it. Hy sei dat ús beppe noch yn dat seemanshûs wenne hat!
Anky	Wie jim beppe mei in seeman troud?
Peter	Nee, ús pake wie timmerman. Dat seemanshûs is al hiel âld! Ik leau wol 300 jier.
Learkrêft	Stiet dat yn it artikel?
Peter	Ja, mar ik wit it jiertal net mear.
Learkrêft	Sil ik it artikel foarlêze? Dan witte wy it aanst allegear.

De learkrêft lêst it artikel foar en freget dêrnei:

Learkrêft	Wendy fertel ris, wannear't it seemanshûs boud is.
Wendy	Dat wie yn 1703.
Learkrêft	Dat is goed! En Jelly, wat bisto allegear te witten kommen oer it seemanshûs?
Jelly	De seeman dy't dêr wenne hat, hiet Murk Willemsoan.
Learkrêft	Ik sjoch wol dat Redmer ek wat fertelle wol.
Redmer	Hy foer mei syn skip nei de Eastsee.

It artikel út 'e krante komt op it nijsprikboerd.
De bern meitsje in tekst oer in monumint, stoarmskea of in oar bou-ûnderwerp en meitsje dêr in yllustraasje by. Sy presintearje har produkten oan de hiele groep. De groep kiest in pear nijsgjirrige teksten út, dy't op it prikboerd komme. De oare bern bergje har tekst en yllustraasje op yn har portfoliomap. Dat is in map dêr't produkten fan de bern op in systematyske wize yn sammele wurde. Sa wurdt har ûntjouwing folge. Boppedat is it ek in middel om de belutsenens by in ûnderwerp te fergrutsjen (sjoch ek haadstik 8.20.).

2.9.17 Skoalleradio en -televyzje

2.9.17.1 Ynlieding

Al mear as tritich jier spilet de skoalleradio en -televyzje in grutte rol yn it Fryske ûnderwiis. Benammen yn it begjin, doe't der eins noch gjin Frysk lesmateriaal beskikber wie, wiene de programma's en it begeliedende materiaal fan grutte betsjutting. Letter waard der ek didaktysk materiaal makke, los fan de radio en televyzje.
De edukative programma's fan de skoalleradio en -televyzje mei dêroan keppele de begeliedende materialen biede skoallen de mooglikheid om har mei de bern te ferdjipjen yn ferskate fak- en foarmingsgebieten. Wy kinne ek sizze dat de bern har troch middel fan de programma's oriïntearje op 'e wrâld (sjoch ek haadstik 7.13.).
De skoalleradio en -televyzjeprogramma's kinne de echte wrâld net ferfange. Der giet neat boppe it sels sjen, ûntdekken en ûndersykjen. Om't dat net altyd mooglik is, binne skoalleradio en -televyzje in goed alternatyf.
De taal spilet in belangrike rol by sawol de Nederlânsktalige as de Fryske skoalletelevyzje. De bern oriïntearje har troch de programma's net allinnich op 'e wrâld, mar stekke ek in protte fan taal op.

2.9.17.2 Doelen

Troch de programma's fan radio en televyzje oriïntearje de bern har op 'e wrâld. Se komme mear oer ferskate ûnderwerpen te witten en leare der nije begripen by.
Guon radioprogramma's binne rjochte op it ferbetterjen fan de harkfeardigens fan de bern.

2.9.17.3 Skoalleradio

De measte Fryske radioprogramma's jouwe ekstra omtinken oan de harkfeardigens. It auditive kin hjoed de dei minder oan de oarder, want der wurdt in soad fisueel oanbean. Tink mar oan de reklame, fideo en televyzje. De klam komt sadwaande hiel bot op it fisuele te lizzen. Sadwaande ûntwikkelje bern hieltyd mear in fisuele ynstelling. Dat is de reden om ek omtinken te jaan oan it auditive.

2.9.17.4 Skoalletelevyzje

Omrop Fryslân makket ynformative programma's foar de basisskoallen. Foar de midden- en boppebou binne der alle jierren wer nije programma's. Keunst, boeken, biology, ferhalen, skiednis of muzyk, it komt allegear om de safolle tiid oan de oarder.

2.9.18 Taal en kompjûter

2.9.18.1 Tapassings

De kompjûter hat yn de skoallen ferskate tapassings, ôfhinklik fan hoefier bern en learkrêften binne. It brûken fan de kompjûter kin rûchwei útsplitst wurde yn de folgjende ûnderdielen:

1. It omgean mei (de technyk).
2. It remediearjen/oefenjen.
3. As ynformaasjeboarne.
4. As tekstferwurker.
5. As kommunikaasjemiddel.
6. As opslachromte foar gegevens.

By de punten 2 oant en mei 5 leit der in dúdlike relaasje tusken taal en kompjûter. Dy punten wurde hjirûnder koart taljochte.

It brûken fan programma's mei ekstra oefenstof (remediearjen fan learlingen)
Op skoallen wurdt faak gebrûk makke fan software dy't ynset wurdt om bern mei achterstannen by te

spikerjen. Soms giet it om lossteande programma's, soms om programma's dy't by taalmetoaden hearre.
As motyf foar it brûken wurdt neamd dat bern it ôfwikseljend en útdaagjend fine om dermei te wurkjen. En differinsjaasje is ienfâldich: elk bern wurket yn eigen tempo.

It brûken fan de kompjûter om tagong te krijen ta allerhanne ynformaasje
Benammen by de saakfakken kin de kompjûter brûkt wurde as neislachwurk (ynternet, Kennisnet, elektroanyske wurdboeken). De bern leare om te gean mei in grut ferskaat oan ynformaasjeboarnen. Se helje bygelyks fan de websiden fan it Australysk Ferkearsburo ynformaasje en yllustraasjes foar harren sprekbeurt of wurkstik.
Alhiel sûnder gefaar is dit underdiel net. De bern kinne omkomme yn it grutte oanbod oan ynformaasje. Praktysk probleem is ek hoe't de learkrêft yn de gaten hâldt op hokker manier de bern mei de boarnen wurkje.

De kompjûter as tekstferwurker
Dizze tapassing komt yn it ûnderwiis in protte foar. As de bern beskikke oer in ridlike typfeardigens, kinne se de kompjûter as tekstferwurker brûke. Meastal betsjut dit dat bern de teksten dy't se by taal en by oare fakken skriuwe, op 'e kompjûter kreas oertype. Dêr wurde se bewarre en/of ferstjoerd. Hjir hat de kompjûter de funksje fan typmasine. Foardiel is dat de produkten der kreas útsjogge, wat de motivaasje fergruttet. In twadde foardiel is dat de bern makliker oan de teksten wurkje kinne; flaters kinne samar ferbettere wurde. It gefaar is wol dat de foarm tefolle de oandacht kriget.
Dizze tapassing jout in soad mooglikheden, bygelyks:

- It meitsjen fan in (digitaal) groepskrantsje.
- It ophingjen fan (útfergrutte) teksten (muorrekrante, alfabet-muorre).
- Teksten mei scande foto's foar wurkstikjes.
- Eigen thússides.
- Publikaasje fia e-mail.

De kompjûter as kommunikaasjemiddel
Fia e-mail en ynternet binne bern by steat om wrâldwiid te kommunisearjen. Se ha in eigen e-mailadres, ha tagong ta Kennisnet en/of meitsje in eigen thússide.
It skriuwen foar (in echt) publyk wurket motivearjend. It docht bliken dat bern graach skriuwe, as se witte dat har teksten ek lêzen wurde en der dus sprake is fan in reëel kommunikatyf doel.
Ekstra foardiel is dat bern leare gear te wurkjen mei oaren. Bygelyks troch it kommunisearjen mei korrespondinsjeskoallen leare se rekken te hâlden mei ynteresses en belangen fan oaren.

2.9.18.2 Skriuwe op 'e kompjûter

Behalve as remediearjend helpmiddel wurdt de kompjûter op skoallen it meast brûkt as tekstferwurker.
It brûken fan de kompjûter as stipe by it skriuwproses en as mooglikheid om teksten te bekommentariearjen is didaktysk folle minder ûntwikkele. Dat jildt ek foar de kompjûter as fernijend ynstrumint by it learen fan it lêzen en it skriuwen.
It ynsetten fan de kompjûter is oant no ta benammen rjochte op it skriuwprodukt. Didaktysk sjoen is oandacht foar it skriuwproses like belangryk. Skriuwen leare jo fia kommentaar fan lêzers op jo tekst en op jo skriuwproses. Dat proses sjocht der yn in fazemodel sa út:

1. Oriïntaasje op 'e skriuwopdracht/skriuwaktiviteit.

2. It meitsjen fan de skriuwopdrachten.

3. Help tidens it skriuwen.

4. It besprekken en op 'e nij skriuwen fan de tekst.

5. It fersoargjen en publisearjen fan de tekst.

Tidens de fiif fazen kin de kompjûter in rol spylje. Wy ferkenne per faze de mooglikheden.

Faze 1: oriïntaasje op de skriuwopdracht/skriuwaktiviteit
De skriuwers ferkenne de skriuwtaak en oriïntearje har op it skriuwen fan de tekst. Benammen yn de ynteraksje krije de bern al tinkend en pratend grip op 'e skriuwtaak. It oriïntearjen kin ek barre troch it neislaan fan boeken, it surfen op ynternet en fia e-mail mei oare skriuwers korrespondearje en op dy wize kennis opdwaan oer it skriuwen fan teksten.

Faze 2: skriuwopdracht
Underwerp, doel, publyk en tekstsoart moatte nochris koart en dúdlik formulearre wurde. De kompjûter kin op dat mêd noch net folle stipe jaan. In mooglikheid is dat fia ynternet bygelyks in bestân fan kaarten opboud wurdt mei sinfolle skriuwopdrachten en -oanwizings. Dêr kinne de bern selsstannich of yn oparbeidzjen mei oaren mei oan it wurk.

Faze 3: help tidens it skriuwen
Dit is foar de learkrêft in yntinsive faze. De mooglikheden om allinnich in grut tal bern te begelieden binne faak beheind. Yn dizze faze soe de kompjûter in wichtige stypjende rol spylje kinne mei programma's dy't helpe by it skriuwen.

Faze 4: besprekke en herskriuwe
It besprekken fan elkoars teksten is faak in mûnlinge aktiviteit. It leit yn de ferwachting dat der fia de kompjûter ek mooglikheden komme om op elkoars teksten te reagearjen, bygelyks troch fideo-conferencing. Omdat de jeugd flot omgean kin mei e-mail sil it kommunisearjen fia kompjûters tanimme.

Faze 5: fersoargjen en publisearjen
Oant no ta biedt de kompjûter foar dizze faze de measte mooglikheden. De skoallen dogge in soad mei de kompjûter oangeande tekstfersoarging en de publikaasje dêrfan (bygelyks yn de foarm fan wurkstikjes en yn de skoalkrante).

2.9.19 Ingelsk

2.9.19.1 Ynlieding

As de maatskiplike situaasje feroaret, feroaret de taalsituaasje faak ek. Yn it ferline wie it Frysk op it plattelân suver de iennige taal. Yn tsjerke en oare offisjele domeinen waard Nederlânsk brûkt. Mei't de mobiliteit tanaam, waard de ynfloed fan it Nederlânsk hoe langer hoe grutter. Yn de lêste desennia fan de tweintichste ieu is dyselde ûntwikkeling ek waar te nimmen op wrâldnivo. Nederlân is opnommen yn in grutter ferbân, de Europeeske Uny, grinzen spylje amper in rol mear. De media, televyzje en kompjûter, bringe de wrâld yn de hûs.
Mar net allinnich de wrâld, ek it Ingelsk as de wrâldtaal. Nêst it Frysk en it Nederlânsk kriget it Ingelsk in hieltyd gruttere rol. Dy maatskiplike ûntwikkeling mei net oan de basisskoalle foarby gean. Yn Fryslân sille de bern yn it basisûnderwiis Frysk, Nederlânsk en mear en mear Ingelsk leare. Elke skoalle moat dêr in goed taalbelied foar ûntwikkelje.

2.9.19.2 Hoe't it begûn

Yn de 'Wet op het Basisonderwijs' (1985) waard bepaald dat ek it fak Ingelsk yn de basisskoalle oan de oarder komme moast. Yn de kearndoelen waard it ien en oar neier útwurke. De kearndoelen fan 1998 jouwe de folgjende omskriuwing:

Het aanbieden van Engelse taal op de basisschool heeft enerzijds tot doel kinderen al vroeg vertrouwd te maken met een vreemde taal. Anderzijds wordt hiermee aandacht besteed aan

de functie van Engels als belangrijke internationale taal. Leerlingen herkennen het Engels als bron van leenwoorden in het Nederlands. Ze leggen de basis voor spreken en lezen van de Engelse taal, uitgaand van alledaagse situaties. Leerlingen moeten daartoe een begin maken met de verwerving van een woordenschat, inzicht krijgen in zinsbouw en de betekenis van woorden kunnen achterhalen.

Kerndoel 1
De leerlingen begrijpen eenvoudige gesproken teksten over alledaagse situaties.

Kerndoel 2
De leerlingen begrijpen voldoende Engelse woorden om gesproken mededelingen te kunnen begrijpen over persoonlijke gegevens, eten en drinken, woonomgeving en tijdsaanduiding.

Kerndoel 3
De leerlingen kunnen met elkaar praten over alledaagse situaties; ze hanteren daarbij een begrijpelijke uitspraak.

Kerndoel 4
De leerlingen begrijpen de hoofdzaken van een eenvoudige, geschreven tekst.

Kerndoel 5
De leerlingen kunnen een woordenboek gebruiken en zo de betekenis van woorden achterhalen.

It fak Ingelsk yn it basisûnderwiis is dus benammen rjochte op it oanlearen fan wurden, it lêzen fan teksten en op ienfâldige kommunikaasje. Op basis dêrfan waarden ferskillende metoaden ûntwikkele. Elke skoalle makke dêr in kar út en brûkt de keazen metoade yn groep 7/8.

2.9.19.3 In taal brûke

Lytse bern leare de memmetaal op in natuerlike manier. Dat wol sizze dat se nei de âlders harkje en stadichoan de memmetaal begjinne te praten. Fan hûs út Frysktalige bern leare faak ek it Nederlânsk op in natuerlike wize: se heine dy taal op yn de omgong mei freontsjes, op strjitte, fan televyzjeprogramma's en letter ek yn de beukerbou fan de basisskoalle. In taal wurdt dus it bêste leard, as de bern dêr faak mei yn oanrekking komme en dy taal ek brûke. Itselde prinsipe jildt foar it Ingelsk. Dat soe derfoar pleitsje dat bern al betiid yn oanrekking komme mei dy taal. Bygelyks al yn de beukerbou. Dêr soe de learkrêft mei de bern Ingelske ferskes sjonge kinne en Ingelske printeboeken foarlêze. Yn guon lannen, bygelyks yn Spanje, wurdt dat op trijetalige basisskoallen ek dien.
De trijetalige basisskoallen yn Fryslân hawwe in oare kar makke. Sy begjinne mei it Ingelsk yn de middenbou as tarieding op it brûken fan it Ingelsk yn de boppebou.

2.9.19.4 Ingelsk yn groep 5/6

De basis fan in taal binne de wurden. Om in taal te ferstean en te praten moatte de bern earst wurden oanleare. Troch televyzje en kompjûter hawwe sy al in passive wurdskat yn it Ingelsk opboud. Dat wol sizze: as de bern dy wurden hearre, is de betsjutting foar har dúdlik. De trijetalige skoallen yn Fryslân hawwe yn groep 5/6 in programma om in basis-wurdskat oan te learen. Dêr brûke se it lesboek 'Ik lear Ingelsk' mei de wurkboeken 'Ingelsk foar begjinners' foar. Fan it Frysk út leare de bern Ingelske wurden en sinnen oer deistige ûnderwerpen oan. It is de bedoeling dat sy dêrmei op in ienfâldich nivo yn it Ingelsk kommunisearje.

2.9.19.5 Ingelsk yn groep 7/8

Nei't de basis yn groep 5/6 lein is, kinne de bern fan groep 7/8 it Ingelsk op in ienfâldich nivo brûke. Om dat nivo te ferheegjen, is it nedich dat Ingelsk ek as fiertaal yn de groep oan de oarder komt. It prinsipe is ommers dat bern in taal it bêst leare troch dy taal ek te brûken. Yn de trijetalige skoalle is Ingelsk foar 20 prosint fan de tiid de fiertaal; dat is twa middeis yn de wike. Net alle fakken binne like gaadlik om yn it Ingelsk te jaan. In skiednisferhaal yn it Ingelsk soe bygelyks net goed oerkomme. In rekkenútlis yn it Ingelsk is foar de bern ek dreech genôch. It kritearium is dat bern mei stipe fan byld en bewegings de les yn it Ingelsk goed folgje kinne. Ingelsk as fak, muzyk, tekenjen, gym, in ienfâldich ferhaal komme yn oanmerking foar de Ingelske middei(s). De tema's yn it ramt fan Ingelsk as fak kinne ek ferbûn wurde mei wrâldoriïntaasjetema's. Sa leare de bern yn de Ingelske les de wurdskat, dy't dan tapast wurde kin by wrâldoriïntaasje.

3 Taalsituaasje yn Fryslân.

3.1 Liket Frysk no sa op Ingelsk?

Hoe komst derby. It liket ommers mear op sineesk!

Sineesk gedicht - oersetting

R.R.R. VAN DER LEEST

lytse tryngtrang gyng mei hangwang
op de jang tse kiang yn in jonk
hoang ho woe dat net lije ho sei koang
ho dat mei net ik doch pang
ik bin bang sei tryngtrang hangwang
ik bin bang bang foar syn pang
leaver doch ik pang pang tryngtrang
leaver doch ik pang pang sels
doe skeat hangwang tryngtrang dea
bang doe foel lytse tryngtrang del
ho sei hoang ho dat kin net hangwang
op de jang tse kiang kin dat net
pang pang bang bang skeat doe hoang
pang pang bang bang hangwang dea
iensum foer doe hoang ho syn jonkje
oer de jang tse kiang nei sjanghai;

In ferhaal oer de Fryske taal

It Frysk is al aardich âld. De Romeinen, krekt foar it begjin fan ús jiertelling, hiene it al oer Friezen. No is fan de taal út dy âlde tiden eins neat bewarre bleaun, dus hoe't dy âlde Friezen praten, witte wy net.

Dat wurdt oars as wy it oer de Midsieuwen hawwe, rekkenje mar sa oant 1550 ta ûngefear. Ear't de boekdrukkeunst útfûn wie, waarden alle boeken oerskreaun. Dus do snapst, in soad wiene der net. Gelokkich is der noch wol safolle om ús in yndruk te jaan fan de taal ût dy tiid. Dat is fral de taal fan offisjele oarkonden en wetten. Om't net folle minsken lêze koene, learden se dy wetten út 'e holle. Om it allegear goed ûnthâlde te kinnen brûkten se hiel moaie taal. Sadwaande lykje dy wetten amper op de droege wetsteksten fan hjoeddedei. In foarbyldsje fan dat 'Aldfrysk' is in stikje út in eedformule; dy eed sil holden wurde, sa lang: *soe di wynd fan dae vlkenum wayth ende ghers groyt ende baem bloyt ende die sonne optijocht ende dyo wrald steed.*

Kinst der útkomme? Der stiet: (sa lang) 'as de wyn fan de wolken waait en it gers groeit en de beam bloeit en de sinne opkomt en de wrâld stiet.' It is in eed dy't yn de 15de ieu opskreaun is, mar dy't al folle âlder is.

Dan krije wy it Midfrysk oant 1800 ta en it Frysk dêrnei neame wy it Nijfrysk. Mei wat feroarings prate wy dat hjoeddedei noch. Ien dy't Aldfrysk tsjin ús prate soe$_r$ soene wy no net ferstean kinne.



Stamteam fan taalgroepen dy 't yn Europa foarkomme

Talen kinne famylje fan mekoar wêze?

Talen kinne ek famylje fan mekoar wêze. Ast it Sineesk hearst, dan witst fuort, dat dy taal fêst net famylje fan uzes is. Mar hjir yn Europa binne in soad talen dat wol. Sa is it Hollânsk wol famylje fan it Frysk, mar it Ingelsk telt foar ús dochs wat tichterby. Hollânsk en Dútsk soest sustertalen neame kinne, wylst dy dan nichten binne fan Frysk en Ingelsk. Dat kinst hiel goed sjen oan de folgjende wurden:

Nederl..	***Dútsk***	***Frysk***	***Ingelsk***
kerk	Kirche	tsjerke	church
ons	uns	ús	us
sleutel	Schlüssel	kaai	key
ben geweest	bin gewesen	ha west	have been
kaas	Käse	tsiis	cheese
twee schapen	zwei Schafe	twa skiep	two sheep

It ferskil tusken de o yn 'hok' en yn 'bok' is foar minsken dy't it Frysk net kenne, soms hiel dreech oan te learen.

Lytse Rudy wie by beppe útfanhûs. Hy prate oars thús net Frysk, mar koe al in multsjefol. 'Beppe,' sei er, 'mei ik in boltsje?' Elkenien begûn te laitsjen. Hasto yn 'e rekken wêrom?

Rudy hie it oer in 'kleine stier', in boltsje (met de o fan bok), wylst er in 'broodje' bedoelde (mei de o fan hok).

Ek de folchoarder fan de wurden yn in sin is soms oars as yn it Hollânsk: Pake wie mar wakker lilk dat syn pakesizzers sok raar Frysk praten. Wat seine se dan? 'Pake, wit Pake ek, wa't dat hat dien?' Pake sprong hast út syn fel. Witsto wêrom?

Yn it Hollânsk kinst sizze: 'Weet u, wie dat heeft gedaan?, mar ek 'wie dat gedaan heeft'. Yn it Frysk kin allinne it lêste mar.



Dialektekaart fan Fryslan

Gebieten dêr't fan álds gjin Frysk praten wurdt.

Stêden dêr't sant likernóch 1600 meast stedsfrysk praten wurdt.

Minggebiet fan Stellingwerfsk en Frysk

Frysk as earste taal

It Frysk hat soms in hiele rist begjinklanken efter elkoar. Op syn meast kinne oan it begjin fan in wurd wol fjouwer bylûden (medeklinkers) stean, wylst dêr yn it Hollânsk net mear as trije stean kinne. Tink ,mar oan wurden ‘strjitte’ en ‘straat’.

Elke taal lient wolris wat út in oare taal. Sa is dat mei it Hollânsk, mar ek mei it Frysk. Wurden as muorre en bûter lykje ús hiel gewoane Fryske wurden ta. Dochs binne se lang lyn út it Latyn oernommen. Soms kinst it noch in hiel lyts bytsje oan de wurden sjen. Tsjintwurdich liene wy in hiel soad wurden út it Ingelsk en by it Frysk fansels út it Hollânsk.



Ut: D.Gorter e.o., Language in Friesland (1988) s. 5.

3.2 Dialekt

Dat kin dy ek wol oerkomme, ast in dialekt praten hearst. Ast bygelyks yn it Dútse Noardfryslân komme soest, dêr't se ek Frysk prate, dan soest der neat fan ferstean kinne. Yn 'ús' Fryslân, Westerlauwersk Fryslân, falt dat wat ta. Wy hjir yn Oentsjerk prate Wâldfrysk, mar wy kinne it Klaaifrysk of it Súdwesthoeks bêst ferstean. Fansels, op 'e Klaai sizze se fan hij en do, wylst wy hy en dû sizze en it oer saterdei hawwe. Oan 'e oare kant Ljouwert neame se dy dei sneon. Yn 'e Súdwesthoeke ha se it oer hözzen en skun, as se hoazzen en skuon bedoele, mar dat binne sokke lytse ferskillen, dat makket neat út. Dreger wurdt it ast de minsken op Skiermuontseach of op Skylge praten hearst. Dy ha sa lang op in eilân wenne, dat de taal is syn eigen gong gien. Op it Bildt en yn 'e stêden prate se in dialekt dêr't neist it Frysk it Hollânsk in soad ynfloed op hân hat. Yn 'e Stellingwerven prate se in dialekt, dat net fole mei it Frysk te krijen hat, mar mear liket op wat se yn Drinte prate.

Memmetaal

en en foto's: Douwe Kootstra en Willem Vreeling

Ik bin Jochem
Diever.
Ik wone in Teridzert.
Ik zitte in groep 7
van schoele 'De drie dorpen'
in Oldehooltwoolde.
Thuus praot ik Stellingwarfs,
mar ik praot ok Nederlaans.
Et liefste bruuk ik it
Stellingwarfs.

Ik ben Bousra
Nouamane.
Ik woon in Heerenveen.
Ik zit in groep 6 van De Akker.
Thuis praat ik meestal Marokkaans.
Maar, ik spreek ook Nederlands
en een beetje Fries.
Ik spreek, geloof ik, het liefst
Nederlands, omdat ik
in Nederland geboren
ben.

Yk
bin Tjeerd
Glashouwer
Yk wenje yn Hylpen
Yk sit yn groep 8
òp basisskoele De Skulpe.
Thus praetje yk Hylpers,
mar yk praetje ek Hòllaands en
Frys.
It lêfst brûk yk it
Hylpers.

Ik bin Saskia Elizabeth
Wagenaar.
Ik weun in Sint Anna.
Ik sit in groep seuven van basisskoal
't Fonnemint.
Thús praat ik Bildts, mar ik praat
ok Nederlâns en 'n bitsy Frys.
't Liefst brûk ik 't
Bildts.

Adim Gülcan
Kemaldar.
Oturdugum sehir
Heerenveen.
Oturdugum grup 7.
Okul De Akker.
Benim konusdugum dil Turkçe.
Okuldo konusdugum dil Hollandaca.
Eude konusdugum dil Turkçe.

Ik bin Gülcan Kemaldar.
Ik wenje yn 't Hearrenfean.
Ik sit yn groep 7
fan De Akker.
Thús praat ik Turksk.
Op skoalle praat ik Hollânsk.
It leafst praat ik Turksk.

Ik hâld fan jim!

Ik bin Annet van Kammen.
Ik wenje yn Feanwâlden.
Ik sit yn groep 7
fan de dr.Theun de Vriesskoalle
yn Feanwâlden.
Thús praat ik Frysk,
mar ik praat ek Nederlânsk.
It leafst praat ik Frysk.

Ik bin Allard Bos.
Ik woan in Sneek.
Ik sit in groep 8
fan 'e Thomas van Aquino skoal.
Thús praat ik Snekers, mar ik praat
ok Nederlaans en un bitsje Fries.
Ut liefst brûk ik ut Snekers.

Ik ben Robin Kuijpers.
Ik woon in Ter Idzard.
Ik zit in groep 8 van school 'De drie
dorpen' in Oldeholtwolde.
Thuis spreek in Nederlands,
maar ik spreek ook een klein
beetje Fries. Het liefst
gebruik ik het Nederlands.

Ndi Michaela Hatagibabazi.
Ntuye muri Drachten.
Niga muri 6.
Kw'Ishuri ryitwa It Ambyld.
Murugo nvuga ikinyarwanda.
Buretse ko nvuga nigi Hollande hamwe naga
Faransa gaayeya.
Buretse ko nkunda kwivugira ikinyarwanda.

Ik bin Michaela Hatagibabazi.
Ik wenje yn Drachten.
Ik sit yn groep 6 fan It Ambyld.
Thús praat ik Ruandees.
Maar ik praat ek Hollânsk en in lyts
bytsje Frânsk.
It leafst praat ik
Ruandees.

4 Begjinsituaasje

Wat moatst dy ôffreegje?

Aspekten fan de begjinsituaasje

1. De learkrêft
2. Groep of klasse
3. De learling
4. De skoalle en de situaasje dêromhinne

1. De learkrêft

De hâlding fan de learkrêft foar it Frysk oer.
Fynt er it belangryk dat de bern Frysk leare of net?

Syn eigen behearsking fan it Frysk
Kin er Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe?
Watfoar streekfariant fan it Frysk brûkt er? Hoe geef is syn Frysk?

Syn pedagogysk-didaktyske kwaliteiten
Kin er it Frysk op in ferantwurde, doelbewuste en resultaatrjochte wize ynsette ek mei it each op de transfer nei oare talen ta en de taalûntwikkeling yn `t algemien?

2. De groep of klasse

Sfear en hâlding yn `e groep
Hoe tinke de learlingen oer Frysk en it brûken fan Frysk?
Wurde Frysktalige bern útlake as se Frysk prate? Doarre net-Frysktalige bern Frysk te praten of wurde se dan útlake?

Taalgedrach ûnder inoar
Wat prate de bern ûnder inoar? Geane de Frysktaligen altyd oer op it Nederlânsk as se mei Nederlânsktalige bern prate?

Praters en stille learlingen
Fiere by de Fryske les de Fryske bern altyd it heechste wurd en by Nederlânske lessen de Nederlânsktaligen?
Binne de praters yn de groep of groepkes ek de lieders? En prate dy lieders Frysk of Nederlânsk?

3. De learling

Algemiene taalfeardigens
Hoe goed kin de learling him uterje?
Hoefier is er yn syn taalûntwikkeling as er op skoalle komt? Hat er ek learswierrichheden en swierrichheden mei taal?

Feardichheden wat it Frysk oanbelanget
Is er Frysktalich of net-Frysktalich? Kin er Frysk ferstean, prate, lêze en skriuwe? En op hokker nivo?

Taalhâlding
Hoe tinkt de learling oer it Frysk en it brûken fan Frysk?

4. De skoalle en de situaasje dêromhinne

Taalfariant
Hokker taalfariant wurdt om skoalle hinne brûkt? Is dat bygelyks Klaaifrysk, Wâldfrysk, Súdhoeksk?

– Taalsituaasje
Hoefolle Frysk wurdt der om skoalle hinne brûkt en hokker oare talen binne fan belang? Wurdt der in protte Nederlânsk of Frysk praten? Spylje oare talen, sa as Stedfrysk, Stellingwerfsk, Biltsk, Turks, Marrokaansk of in oare allochtoane taal ek in rol?

– Hoefolle Frysk?
Wurdt it Frysk in protte yn `e buorren of stedswyk brûkt? Op strjitte, yn `e winkels, tsjinstferlienende ynstellings of op gearkomsten fan ferienings? Yn it (fuortset) ûnderwiis, ûnder freonen en freondinnen, yn `e riedseal en it gemeentehûs?
Binne de strjit- en plaknammen yn it Frysk? En binne de nammen fan doarpskranten, blêden fan buertferienings, fan skoalle en skoalkrante, it doarpshûs en oare gebouwen ek yn `t Frysk? Wurdt it Frysk brûkt yn de doarpskrante, skoalkrante en by de toanielferiening?

Hâlding

Hoe is de hâlding fan de minsken foar it Frysk oer yn de basisskoalle? Hoe is de hâlding fan de âlderrie, m.r. it bestjoer en it skoaltiim?

5 Differinsjaasje

Ynlieding

Suver alle learkrêften hawwe yn ‘e praktyk te krijen mei taalheterogene groepssituaasjes. Dat wol sizze dat der bern mei ferskillende taaleftergrûnen yn ‘e groep sitte: Frysktalige bern, streektalige bern, Hollânsktalige bern en bern mei in bûtenlânske taal as thústaal. De learkrêft moat rekken mei dy ferskillen hâlde en dy as útgongspunt foar syn taalûnderwiis nimme. In wichtige fraach dêrby is: hoe kin ik alle bern har gerak krije litte en fierder helpe yn har taalûntwikkeling? Dat hat konsekwinsjes foar de wize fan lesjaan.
As de learkrêft foar alle learlingen deselde doelen foar eagen hat en klassikaal foar alle bern itselde lesoanbod hat, dan kin oan boppesteande fraach net foldien wurde. Dan is it al gau sa dat de lessen Frysk foar Frysktalige bern te maklik binne en foar net-Frysktaligen te dreech. Dêr wurde de bern yn har taalûntwikkeling net fierder mei holpen.
Dochs docht út it lêste ynspeksjerapport fan 2005 bliken dat op goed 75% fan de basisskoallen by Frysk gjin differinsjaasje tapast wurdt. De konklúzje fan it rapport is dan ek:

> Opfallend is dat differinsjaasje by de bywenne lessen net folle tapast waard. De leararen stimme har hanneljen oer it generaal amper ôf op it ferlet en de mooglikheden fan ‘e yndividuele learlingen yn ‘e groep. Dat ûntbrekken fan ôfstimming hat gefolgen foar de motivaasje fan ‘e learlingen. In oanbod dat boppe it taalfeardichheidsnivo leit fan net-Frysktalige learlingen motivearret de learlingen net om mei animo diel te nimmen oan de lessen Frysk. Foar Frysktalige learlingen jildt lyksa dat in oanbod dat ûnder har taalfeardichheidsnivo leit demotivearjend wurket.

Yn ‘e praktyk falt der op dit punt dus noch wol wat te ferbetterjen en sil der mear differinsjearre wurde moatte. Dêrby moat der om tocht wurde dat differinsjaasje gjin doel om himsels is, mar in middel om de bern sa goed mooglik har gerak te jaan en fierder te helpen mei it Frysk.

Differinsjaasje yn eindoelen

Op it foarste plak sil de skoalle beprate moatte hokker doelen sy op ‘e ein fan de basisskoalle foar eagen hawwe. De kearndoelen Frysk geane út fan in oanbod dêr’t alle domeinen yn opnommen binne. Dat betsjut lykwols net dat foar alle learlingen deselde doelstellingen jilde moatte. Ofhinklik fan de taaleftergrûn fan de learling, de taalfeardigens, de learpotinsje en de taalsituaasje om skoalle hinne kinne foar yndividuele learlingen ferskillende doelstellings formulearre wurde.

Taaleftergrûn:
Learlingen binne op grûn fan taaleftergrûn yn trije groepen te ferdielen: Frysktaligen, Nederlânsktaligen en allochtoanen.
Foar de Frysktalige bern jildt dat de skoalle wurkje moat oan *bliuwende twataligens*. Dat wol sizze dat beide talen lykweardich fierder ûntwikkele wurde moatte. Alle fjouwer feardichheidsdoelen binne dêrfoar fan belang.
Foar de oare groepen jildt dat sy troch it Frysk ûnderwiis der in taal by leare. Wy prate dan oer *fermearderjende twataligens*. It hinget fan de oare faktoaren ôf hokker doelen op it mêd fan it Frysk foar dizze groep fan belang binne.
Foar in allochtoane learling dy’t noch muoite hat mei it Nederlânsk en dy’t yn in Nederlânsktalige situaasje sit, soe it doel op it punt fan it Frysk him bygelyks beheine kinne ta ferstean fan it Frysk. By Nederlânsktalige learlingen is dy doelstelling lykwols te min. Nederlânsktalige bern moatte nei inkele jierren Frysk ûnderwiis gjin muoite mear hawwe mei it ferstean en dêrom binne foar har doelen op it mêd fan praten en lêzen ek fan belang.

Taalfeardigens en learpotinsje:
Net allinne de taaleftergrûn is fan belang, mar ek de taalfeardigens fan de bern. Foar in net-Frysktalige mei in protte niget en gefoel foar taal kinne de doelen heger steld wurde as foar oaren. Datselde jildt foar bern dy't goed leare kinne.

Taalsituaasje yn en om de skoalle hinne
By it formulearjen fan doelstelling spilet ek de taalsituaasje yn en om skoalle in rol. As der yn 'e groep mar in pear net-Frysktalige bern binne en der wurdt yn en om skoalle hinne in protte Frysk brûkt, dan sille de net-Frysktaligen it Frysk gau oppikke. Yn 'e earste learjierren sil in eigen learwei foar dizze groep fan belang wêze, mar benammen yn de hegere learjierren sille sy wol meidraaie kinne yn in programma dêr't de eindoelen fan ôfstimd binne op Frysktalige bern.
Yn mear mingdtalige groepen of stedsituaasjes mei in protte net-Frysktalige bern leit de situaasje oars. Nêst aparte learwegen sil der foar beide groepen ek ferskillende doelen steld wurde moatte. Net-Frysktalige bern hoege dan net deselde prestaasjes te leverjen as de Frysktalige bern.

Taaleftergrûn	Eindoelen	Learwei	Brûkber yn:
Ferskillend	Itselde	Ferskillend	Soad Frysktaligen en Frysktalich fermidden
Ferskillend	Ferskillend	Ferskillend	Mingdtalige en stedssituaasjes mei in soad net-Frysktaligen

Konkludearjend kin sein wurde dat it tiim op basis fan de fjouwer faktoaren (taaleftergrûn, taalfeardigens, learpotinsje en taalsituaasje om skoalle hinne) de doelen foar de ferskillende learlingen fêststelle moat en dat der geregeld oerlis wêze moat om te sjen oft dy doelstellingen ek bystelling nedich hawwe.

Differinsjaasje yn learwegen

Ferskil yn taaleftergrûn freget ek om ferskillende wizen fan learen om de stelde doelen te berikken, oft dy doelen no foar elk itselde binne of ferskillend. Der sille dus ferskillende learwegen útset wurde moatte dy't oanslute by de taaleftergrûn, taalfeardigens en learpotinsje fan de learlingen.
Foar net-Frysktalige bern sil de klam yn 'e earste learjierren lizze moatte op programma's dy't har rjochtsje op ferstean, wurden leare en praten, by Frysktaligen op fierdere wurdskatútwreiding en yngewikkelder praatsituaasjes.

Differinsjaasje yn doelen en learwegen foar de spesifike groepen

Ut de kearndoelen wei sille neiere doelen en learwegen foar de spesifike groepen wei formulearre wurde moatte.

Differinsjaasje op it konkrete nivo fan de lessituaasje

Differinsjaasje yn algemiene doelen en learwegen en de mear spesifike foar de groepen foarmje it útgongspunt foar de doelen, ynhâlden, learaktiviteiten, wurkfoarmen en organisaasje fan de konkrete lessen.

By dy lessen sil de learkrêft him yn it foarste plak ôffreegje moatte oft der ek differinsjearje moat yn lesdoelen foar Frysktalige en net-Frysktalige bern. Dat jildt ek by mienskiplike lesaktiviteiten. By it foarlêzen fan in ferhaal soe de doelstelling foar de net-Frysktaligen bygelyks wêxe kinne dat se it ferhaal folgje en begripe kinne, wylst de Frysktaligen yn it Frysk oer it ferhaal prate kinne.
De twadde fraach is oft de hiele les differinsjearre opset wurde moat. Wurde de bern byglyks drekt yn groepen setten of kin der mienskiplik begûn wurde en hoecht der allinne by de ferwurking (wurkfoarmen, materiaal) differinsjearre te wurden?

Gearfetsjend: - differinsjaasje yn (kearn)doelen en lesdoelen
- diferinsjaasje yn de opset fan de les
- differinsjaasje yn de ferwurking (wurkfoarmen, materiaal)

6 Trijetalige skoalle yn Fryslân

6.1 Gearfetting, konklúzjes en diskusje út it ûndersyk 'Trijetalige skoalle yn Fryslân'; Bernie van Ruijven.

6.1.1 Ynlieding

Yn de njoggentiger jierren waard fêststeld, dat yn it Fryske basisûnderwiis de kearndoelen foar it Frysk en it Ingelsk net berikt waarden. It projekt "Trijetalige skoalle" is in besykjen om in oplossing te meitsjen foar dit probleem. It doel fan it projekt is om te kommen ta in foarm fan trijetalich ûnderwiis, dêr't rjocht yn dien wurdt oan de kearndoelen foar Frysk, Nederlânsk en Ingelsk. It giet derby om it oanbieden fan sa goed mooglik ûnderwiis *yn* en *fan* trije talen. Yn it projekt "Trijetalige skoalle" is de kar dien om it Frysk, it Nederlânsk en it Ingelsk net allinnich as fak te ûnderwizen, mar ek as ynstruksjetaal te brûken by oare fakken. Yn de groepen 1 oant en mei 6 is de ferdieling fan fiertaal 50% Frysk en 50% Nederlânsk. Yn groep 7 komt it Ingelsk derby en wurdt de ferdieling 40% Frysk, 40% Nederlânsk en 20% Ingelsk. Yn fergeliking mei de sljochtwei basisskoallen hat it Frysk op de projektskoallen in helte dúdliker en grutter plak. Yn de boppebou fan de projektskoallen wurdt boppedat it Ingelsk brûkt as ynstruksjetaal.

De earste fraach oangeande it trijetalich ûnderwiismodel is oft it dúdliker en grutter plak fan it Frysk yn it ûnderwiis liedt ta bettere prestaasjes op it mêd fan de taalfeardichheid Frysk. Dêrby spilet de fraach, oft it brûken fan it Frysk en letter ek it Ingelsk as ynstruksjetaal op kosten giet fan de behearsking fan it Nederlânsk troch de learlingen. Krije de learlingen yn it trijetalich ûnderwiismodel genôch de kans om Nederlânsk te learen en goed te behearskjen?

It antwurd op dy fragen is fan belang foar de fierdere ûntjouwing fan it trijetalich ûnderwiismodel yn Fryslân. Om dy reden is it ûndersyk útfierd nei de taalfeardichheid Frysk, Nederlânsk en Ingelsk fan de learlingen op de projektskoallen; dêrby is hieltyd fergelike mei de kontrôleskoallen sûnder in trijetalich programma. It ûndersyk is útfierd oan de hân fan de neikommende sintrale fraach:

Wat smyt it trijetalich ûnderwiismodel op yn termen fan de taalfeardichheden yn de trije ûnderskate talen?

Dy kearnfraach is opspjalte yn twa dielfragen:

a. Yn hoefier komt it nivo fan de Fryske en Nederlânske taalfeardichheid fan de learlingen op de projektskoallen oerien mei dat fan de learlingen op de kontrôleskoallen?

b. Hoe ferhâldt de Fryske en Nederlânske taalfeardichheid fan de learlingen op de projektskoallen him yn fergeliking mei de relevante provinsjale en lanlike referinsjegroepen?

De earste dielfraach (a) is beantwurde troch de gemiddelde skoares op de Fryske, Nederlânske en Ingelske taaltoetsen fan de learlingen op de projektskoallen te fergelykjen mei dy fan de learlingen op de kontrôleskoallen. Om de twadde dielfraach (b) beantwurdzje te kinnen binne de gemiddelde taalprestaasjes fan de learlingen op

de projektskoallen sa mooglik fergelike mei provinsjale gegevens foar it Frysk en lanlike gegevens foar it Nederlânsk.

Yn dizze gearfetting wurde de wichtichste ûndersyksútkomsten nochris op in rychje setten, te begjinnen mei de risseltaten fan de fergelykjende analyzes yn it projekt. Dernei folgje de risseltaten fan de fergelikings mei it provinsjale en lanlike gemiddelde. It haadstik wurdt ôfsletten mei in koarte diskusje.

6.1.2 Projektskoallen tsjinoer kontrôleskoallen

Under de learlingen yn groep 1 en groep 2 is de toets "Tweetaligheid foar kleuters" ôfnommen. De learlingen yn groep 3 en groep 4 hawwe yn de beide talen twa taaltoetsen makke, ien wurdskattoets en ien toets technysk lêzen. By de learlingen yn groep 5 oant en mei groep 8 binne yn de beide talen trije taaltoetsen ôfnommen, te witten technysk lêzen, stavering en begripend lêzen.

Oangeande de Fryske taalfeardichheid binne in oantal ferskillen yn de gemiddelde prestaasjes fan de learlingen op de projektskoallen en kontrôleskoallen nei foaren kommen. Foar in totaaloersjoch binne yn tabel 3.1 de útkomsten fan de fergelykjende analyzes fan de gemiddelde skoares op de Fryske toetsen gearfette.

Tabel 3.1: Gearfetting fan de resultaten fan de fergelykjende analyzes fan de gemiddelde skoares op de Fryske taaltoetsen fan de learlingen op de projektskoallen tsjinoer de learlingen op de kontr6leskoallen

	groep	groep	groep	groep	groep	groep	groep	groep
	1	2	3	4	5	6	7	8
Taalfeardichheid	=	=						
Wurdskat			=	=				
Technysk lêzen			=	>	>	>	>	>
Stavering					>	>	>	>
Begripend lêzen					>	=	=	=

Yn de gearfetsjende tabel 3.1 kinne wy sjen dat de learlingen yn de ûnderbou fan de projektskoallen en de kontrôleskoallen op de Fryske toetsen op itselde nivo prestearje. Dat jildt likegoed foar de Frysktalige as foar de Nederlânsktalige learlingen. Op it stuit dat de learlingen yn groep 4 sitte, tekenet him in ferskil ôf yn it foardiel fan de learlingen op de projektskoallen. De Frysktalige en Nederlânsktalige learlingen yn groep 4 hawwe mei technysk lêzen Frysk in foarsprong op de learlingen op de kontrôleskoallen. De foarsprong op it technysk lêzen Frysk witte de Frysktalige likegoed as de Nederlânsktalige learlingen op de projektskoallen fêst te hâlden oant yn groep 8. Derby sjogge wy ek dat de learlingen op de projektskoallen tsjinoer de learlingen op de kontrôleskoallen better binne mei de Fryske stavering. Dit jildt foar likegoed de Frysktalige as de Nederlânsktalige learlingen. Op de toets begripend lêzen Fries witte de learlingen yn groep 5 op de projektskoallen in hegere skoare te heljen as de learlingen op de kontrôleskoallen.

Yn tabel 3.2 binne de útkomsten oangeande de Nederlânske taalfeardichheid gearfette.

Tabel 3.2: Gearfetting fan de resultaten fan de fergelykjende analyzes fan de gemiddelde skoares op de Nederlânske taaltoetsen fan de learlingen op de projektskoallen tsjinoer de learlingen op de kontrôleskoallen

	groep 1	groep 2	groep 3	groep 4	groep 5	groep 6	groep 7	groep 8
Taalfeardichheid	=	=						
Wurdskat			=	=				
Technysk lêzen			=	=	=	=	=	=
Stavering					=	=	=	=
Begripend lêzen					=	=	=	=

Oer de Nederlânske taalfeardichheid kinne wy koart krieme. Yn alle learjierren prestearje de learlingen op de projektskoallen op itselde nivo as de jiergenoaten op de kontrôleskoallen. Dat jildt likegoed foar de Frysktalige as foar de Nederlânsktalige learlingen.

6.1.3 Fergeliking mei it provinsjaal en lanlik gemiddelde

Yn it fjirde haadstik binne de taalprestaasjes fan de learlingen op de projektskoallen foar in beheind tal dielfeardichheden ôfset tsjin it provinsjale en it lanlike gemiddelde. Dêrby hawwe wy teffens in byld jûn oer de taalfoarderings dy't de learlingen yn de rin fan it projekt makke hawwe.

Foar wat betreft it technysk lêzen Frysk hawwe wy sjoen dat de learlingen op de projektskoallen folle better prestearje as gemiddeld nommen de learlingen yn de provinsje Fryslân. It hegere prestaasjenivo mjitte wy likegoed op it stuit dat de learlingen yn groep 4, yn groep 6 as yn groep 8 sitte. By de longitudinale fergelikings sjogge wy gjin grutte relative feroarings ûnder de learlingen op de projektskoallen. Nei't wy oannimme spilet it relatyf hege begjinnivo dêrby in rol.

As wy de Nederlânske taalfeardichheid yn omtinken nimme, prestearje de learlingen op de projektskoallen op twa fan de trije ûnderdielen omtrint op it lanlike gemiddelde. Op it ûnderdiel technysk lêzen fan it Nederlânsk, boeke de learlingen fan groep 6 nei groep 8 in dúdlike foarútgong. Mei útsûndering fan in heger persintaazje learlingen mei in E-skoare op de Nederlânske toets komt de ferdieling op it stuit dat de learlingen yn groep 8 fan de projektskoallen sitte, aardich oerien mei de lanlike ferdieling.

De ferdieling neffens it nivo fan Nederlânske stavering is op it stuit dat de learlingen yn groep 8 sitte, ek geunstiger as yn groep, 6. Mei dy ferbettering yn it omtinken wykt de nivoferdieling fan de learlingen yn groep 8 op in oantal nivo's dochs noch frijwat of fan de lanlike normearre ferdieling. Yn groep 8 fan de projektskoallen binne relatyf sjoen mear learlingen dy't mei stavering op E-nivo prestearje, tsjinoer folle minder learlingen dy't op de toets in B-skoare helle hawwe. Dy ûngeunstige útslach tsjut derop,

dat de learlingen op de projektskoallen oan de ein fan it basisûnderwiis mei Nederlânske stavering achter binne op it lanlike gemiddelde.

Dat jildt net foar it tredde ûnderdiel, it begripend lêzen Nederlânsk. Net alle learlingen witte it hege prestaasjenivo fan groep 6 ek yn groep 8 fêst te hâlden, mar de ferdieling is as de learlingen yn groep 8 sitte noch geunstich te neamen tsjinoer de lanlike ferdieling.

6.1.4 Konklúzjes en diskusje

Op basis fan de analyzes kinne wy konkludearje dat it projekt Trijetalige Skoalle foldocht oan de doelstelling om de Fryske taalfeardichheid fan de basisskoallelearlingen op it nivo te bringen, lykas dat omskreaun is yn de doe noch jildende kearndoelen foar it Frysk. Fan de middenbou ôf sjogge wy dat de learlingen op de projektskoallen yn fergeliking mei de learlingen op de kontrôleskoallen in foarsprong krije op it gebiet fan technysk lêzen Frysk en de Fryske stavering. Dat jildt net allinnich foar de Frysktalige learlingen, mar ek foar de Nederlânsktalige learlingen op de projektskoallen. Derby hawwe wy boppedat sjoen dat de learlingen op de projektskoallen mei technysk lêzen Frysk boppe it provinsjale gemiddelde prestearje.

In twadde wichtige konklúzje is dat de foarsprong fan de projektlearlingen op de Fryske taalfeardichheid net op kosten giet fan de Nederlânske taalfeardichheid. De learlingen op de projektskoallen prestearje foar wat betreft de Nederlânske taalfeardichheid op itselde nivo as de learlingen op de kontrôleskoallen. Ek dit jildt likegoed foar de Frysktalige as de Nederlânsktalige learlingen. Dêrby hat bliken dien, dat de learlingen op de projektskoallen mei technysk lêzen Nederlânsk en begripend lêzen Nederlânsk omtrint op it lanlike gemiddelde prestearje. Op it gebiet fan Nederlânske stavering sjogge wy dat de learlingen op de projektskoallen in achterstân hawwe op it lanlike gemiddelde, mar dat jildt ek foar de learlingen op de kontrôleskoallen.

In tredde konklúzje is, dat de resultaten foar de taalfeardichheid Ingelsk tusken de projektskoallen en de kontrôleskoallen net sterk fan elkoar ferskille. Foar it Ingelsk toant it ûndersyk dus net oan dat de learlingen op in trijetalige skoalle it helte better dogge as learlingen op in 'gewoane' plattelânsskoalle. Der is hjir en dêr wol in tendins dat de learlingen op de projektskoallen it better dogge. Foaral by de fragen nei it kinnen en it doare te fieren fan in koart petear yn it Ingelsk dogge dy learlingen it better.

It feit dat de projektskoallen goede resultaten boeke op it gebiet fan Fryske taalfeardichheid en de learlingen foar wat betreft de Nederlânske taal op nivo prestearje, makket dat it projekt Trijetalige Skoalle dûbelde winst boekt. Dat der in tendins bestiet om mei mear fertrouwen it Ingelsk doare te praten is de trijedûbelde winst. Yntuskentiid binne mear basisskoallen yn Fryslân útein set of sille dy ynkoarten útein sette mei it trijetalige ûnderwiismodel.

7 Underwiisynspeksje

7.1 Gearfetting fan de ûndersyksresultaten (út: 'Tusken winsk en wurklikheid' , 2010)

Taalsituaasje
Der is de ôfrûne jierren net folle feroare yn de gearstalling fan basisskoallen: Frysktalige learlingen binne yn de mearderheid op 52 prosint fan de basisskoallen en 64 prosint fan de fêstigings fuortset ûnderwiis.

Ûntwikkelings yn it ûnderwiis
Út de skoalbesiken fan de ynspeksje docht bliken dat benammen spesifike kwaliteitssoarch op it mêd fan it Frysk, it oanlearen fan strategyen en it ôfstimmen op ferskillen yn feardichheden Frysk fan learlingen op basisskoallen min ûntwikkele binne. Nettsjinsteande de nije metoade, dy't in soad brûkt wurdt, wrakselje noch in protte basisskoallen mei it differinsjearjen. Dat jildt ek, hoewol wat minder, foar de trijetalige basisskoallen.

Yn it fuortset ûnderwiis is grutdiels itselde fêststeld. Dêr slagget it leararen trochstrings ek ûnfoldwaande har lessen ôf te stimmen op ferskillen tusken learlingen en is de kwaliteitssoarch by Frysk min ûntwikkele. Yn it fuortset ûnderwiis is ek in nije metoade ynfierd, mar dêr hat dat ek net laat ta mear differinsjaasje yn de lessen.

Út it survey-ûndersyk komt nei foaren dat der mear belied is fan skoallen en ek fan guon bestjoeren op it mêd fan it Frysk. Direkteuren ûndersykje de taalsituaasje fan learlingen faker systematysk as yn 2005, likegoed yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis. Yn it basisûnderwiis binne mear taalkoördinatoaren wurksum, dy't har ek ynspanne foar it Frysk (njonken Nederlânsk en faak ek Ingelsk). Der binne op mear skoallen taalbeliedsplannen dêr't it Frysk diel fan útmakket. De nije metoade Frysk foar de basisskoalle en it fuortset ûnderwiis hawwe mei faasje yngong fûn op de skoallen. Yn de sfear fan rânebetingsten binne der op dy punten dúdlike ferbetterings neffens de eardere ûndersiken fan de ynspeksje.

In wichtige rânebetingst foar it fak Frysk, befoege leararen, wurdt lykwols faak net ynfolle. Yn it basisûnderwiis is in fiifde fan de leararen net befoege en fan 28 prosint is it foech by direkteuren net bekend. Yn it fuortset ûnderwiis hat sawat 40 prosint fan de leararen dy't Frysk jouwe gjin foech foar dat fak, sa wurdt rûsd.

Toetsen dy't normearre binne en ûnôfhinklik fan in metoade binne foar Frysk net foarhannen. Wol wurdt no foar begripend lêzen yn groep 8 ien ûntwikkele. Dy toetsen soene it doelbewust wurkjen oan de learprestaasjes fan learlingen in sterke ympuls jaan kinne.

De tiid dy't skoallen besteegje oan it fak Frysk is yn de ûnderbou fan it basisûnderwiis tanommen, mar fierder net feroare. Yn it basisûnderwiis is faker as foarhinne sprake fan in trochgeande line, as gefolch fan de nije metoade. Yn it fuortset ûnderwiis kinne learlingen op ûnderskate fêstigings eksamen dwaan yn it Frysk, mar de oantallen eksamenkandidaten bliuwe krekt as yn eardere jierren tige lyts. Net alle skoallen yn it fuortset ûnderwiis dêr't sa'n eksamen mooglik is, biede ek in trochgeande line foar it Frysk. Kontakten tusken basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis oer it Frysk binne der amper en liede net ta in trochgeande line tusken dy beide ûnderwiissoarten.

Yn it spesjaal ûnderwiis is de posysje fan it Frysk net feroare. As fak is it marginaal bleaun, mar it Frysk spilet wol in rol yn ynformele kontakten op skoalle.

Fansels hat de ynspeksje by syn skoalbesites ek goeie lessen Frysk sjoen, dêr't krekt ynspile wurdt op de ferskillen tusken learlingen en doelbewust wurke wurdt om learlingen in soad leare te litten oer en yn it Frysk. Spitigernôch foarmje dy lessen noch tefolle in útsûndering op de regel, mar it kin dus wol.

7.2 Algemiene konklúzjes

Ûndersteande konklúzjes binne basearre op it ûndersyk dat yn dit rapport presintearre wurdt, en de panelpetearen mei leararen en skoallieders oer de foarriedige resultaten.

- Tusken winsk en wurklikheid. De ambysjes foar it Frysk, sa't dy yn de nota *Boppeslach* fan de provinsje (2006) foar 2015 formulearre wurde, binne grut. De ûnderwiiswurklikheid stiet dêr noch fier ôf. De ambysjes út de tredde bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2001-2010 binne ek noch net allegear realisearre. Yn de klassen sels feroaret der te min en te stadich.
- Wat stekke de learlingen op fan de lessen Frysk? De pedagogysk-didaktyske basis is dan wol fergelykber mei oare lessen, mar der wurdt amper wurke om rendemint te krijen, wêrby't leararen rekken hâlde mei de talige mooglikheden fan learlingen. It giet hjir om in trochsneed; de ynspeksje hat fansels ek goeie lessen bywenne, mar dy foarmje tefolle de útsûndering op de regel.
- Draachflak foar it fak Frysk. It is de fraach oft der genôch maatskiplik draachflak is om foar it fak Frysk, likegoed kwantitatyf as kwalitatyf, mear romte te meitsjen. It begryp 'taalgrutskens' spilet dêr in wêzentlike rol by; in part fan de skoallen is entûsjast foar it Frysk. Dêr is dus wis wol draachflak, mar dat jildt perfoarst net foar alle skoallen. In part jout allinnich Frysk omdat it moat. Direkteuren meitsje ek útinoar rinnende ynskattings oer it draachflak ûnder âlden; net ien is optimistysk. Fierder is it belied en de kultuer yn in soad skoallen ûnfoldwaande stypjend om fan it Frysk ek wier wat te meitsjen.
- Dúdlikens rjochten en plichten skoallen. Skoallen en bestjoeren witte ûnfoldwaande wêr't se oan ta binne as it giet om it oanfreegjen fan in ûntheffing by de provinsje foar it fak Frysk. De beliedsregel dêroer is ûnder revyzje.
- Ûnderwiistiid foar Frysk. Der wurdt yn ferhâlding net folle tiid bestege oan it ûnderwiis yn de Fryske taal en dêrom is it de fraach oft yn dy beheinde tiid alle kearndoelen Frysk foldwaande oan bod komme kinne. Yn it fuortset ûnderwiis jouwe de measte skoallen it iene lesoere wyks dat minimaal ferwachte wurdt; yn it basisûnderwiis hellet minder as twa tredde de trije kertier wyks dy't ferwachte wurdt.
- Tafersjoch troch ynspeksje. Betroubere gegevens oer de learresultaten fan learlingen ûntbrekke. De ynspeksje kin dêrtroch ûnfoldwaande ynhâld jaan oan syn tafersjoch. De ynspeksje kin ek net goed hanthavenje, by gebrek oan in heldere ûntheffingsregeling.
- Beliedsûntwikkeling skoalle en bestjoer. Dêr is it nedige bard, der is op in tal skoallen mear
belied te sjen. Mar dat betsjut net automatysk dat der dan yn de klassen ek wat feroaret.
- Beweitsjen kearndoelen en trochgeande line. Der binne ferbetterings yn it dekken fan de kearndoelen troch it oanbod. De fraach is wol wat learlingen leare kinne op de skoallen dy't net folle tiid foar Frysk ynroasterje. De trochgeande line is ferbettere, mar benammen tusken basis- en fuortset ûnderwiis stagnearret it.
- Foegen leararen. Dat is noch altyd soarchlik. Tefolle leararen jouwe sûnder foech les en der is net folle aksje fan skoallen en bestjoeren op dat punt.
- Differinsjaasje yn lessen. Nettsjinsteande nije metoaden is dy noch altyd min ûntwikkele. Sa wurdt fierste min rekken holden mei de talige eftergrûn fan learlingen (al of net Frysktalich), yn kombinaasje mei de normale ferskillen dy't der altyd tusken learlingen bestean.

- Normearre metoade-ûnôfhinklike toetsen. Dy ûntbrekke grutdiels en dat makket foarmen fan differinsjaasje dreger. De kearndoelen binne net fertaald yn behearskingsdoelen foar ûnderskate learlingegroepen en de behearsking fan de Fryske taalfeardichheden is dêrtroch net fêst te stellen.
- Ûntwikkeljen fan materialen. Dat is bard, ûndermear nije metoaden foar likegoed it basis- as fuortset ûnderwiis en skoallen hawwe dy materialen ek in soad oanskaft. Mar dat blykt dus net foldwaande foar in ferbettering fan it ûnderwiis yn de klasse.
- Saakkundigens. Fan it oanbod fan de learare-opliedings (pabû en twaddegraads learare-oplieding) om in foech te heljen wurdt net folle gebrûk makke. De ynspanning dy't frege wurdt is foar in protte te heech yn relaasje ta it diploma dat helle wurde kin en wat dat foar it wurk yn de skoallen opsmyt (te min ekstra sivyl effekt).

7.3 Oanbefellings

Ûndersteande oanbefellings binne benammen rjochte op it ferbetterjen fan it ûnderwiis(oanbod) yn de klassen.

- De ynspeksje wol hanthavenje op de ferplichting fan skoallen om Frysk oan te bieden. Dat ûnderstelt dat it ûntheffingsbelied fan de provinsje Fryslân útkristallisearre en aktualisearre wêze moat.
- Skoallen moatte - út de jildende kearndoelen wei - om rendemint te krijen mei it Frysk oan de slach en dêrby it learstofoanbod ôfstimme op de (talige) kapasiteiten fan de learlingen (hinget gear mei folgjende oanbefelling).
- De kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk wurdt wer ûndersocht troch de ynspeksje sadree't de learlingen yn it basis- en fuortset ûnderwiis folge wurde kinne oan de hân fan in normearre toets- of learlingfolchsysteem foar Frysk. De provinsje Fryslân sil dêrby in regissearjende rol ferfolle kinne om sa it wurkjen mei as doel it krijen fan rendemint yn de skoallen mooglik te meitsjen.
- Yn it basisûnderwiis moatte de bekwamens/foegen Frysk ferdúdlike wurde. Learare-opliedings moatte soargje foar in leechdrompelich oanbod foar de ferbettering fan de bekwamens en úteinlik it foech fan de leararen Frysk. Rezjy fan de provinsje Fryslân liket dêrfoar needsaaklik.

It besteande ûnderwiis yn it Frysk kin folle better. Op grûn fan de ûntwikkelings fan de ôfrûne tsien jier is dat net fanselssprekkend. Boppesteande oanbefellings binne dêrom rjochte op direkte ferbettering fan de besteande lessen. Dat hat allinnich kâns fan slagjen as bestjoerders en skoallieders sels folút har ferantwurdlikens nimme foar goed ûnderwiis Frysk yn de twatalige provinsje Fryslân. It ynspeksje-ûndersyk makket dúdlik dat ek dat net fanselssprekkend liket; komplikaasje is dat yn de skoallen de stipe foar it Frysk beheind is. In sterke taalkultuer yn Fryslân soe de kwaliteitsferbettering tige stypje.

7.4 Wurdearringsramt Frysk Primêr Ûnderwiis

Kwaliteitsaspekt 1 Kwaliteitssoarch
1.1 De skoalle hat foldwaande ynsjoch yn de skaaimerken fan de learlingepopulaasje.
1.2 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan de opbringsten fan it Frysk.
1.3 De skoalle evaluearret systematysk de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.
1.3 De skoalle wurket planmjittich oan ferbetteraktiviteiten foar de Fryske taal.
1.4 De skoalle boarget de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.
1.6 De skoalle rapportearret oan belanghawwenden ynsichtlik oer de realisearre kwaliteit fan it Frysk.
Kwaliteitsaspekt 2 Oanbod Fryske taal
2.1 It oanbod foar Frysk is dekkend foar de kearndoelen.
2.2 De learynhâlden Fryske taal yn de ûnderskate learjierren slute op elkoar oan.
2.3 De skoalle biedt learlingen mei ferskillende taaleftergrûnen learynhâlden oan foar Frysk dy't passe by it ûnderwiisferlet fan dy learlingen.
Kwaliteitsaspekt 3 Tiid
3.1 Der wurdt foldwaande ûnderwiistiid pland foar Frysk.
Kwaliteitsaspekt 4 Didaktysk hanneljen
4.1 De leararen realisearje by Frysk in wurksfear dy't by de taak past.
4.2 De leararen lizze yn de lessen Frysk dúdlik út.
4.3 De leararen jouwe yn de lessen Frysk eksplisyt ûnderrjocht yn strategyen foar it begripen fan Fryske wurden en teksten.
4.4 De leararen drage yn de lessen Frysk mei help fan lear- en helpmiddels by oan in útdaagjende learomjouwing.
Kwaliteitsaspekt 5 Ôfstimming
5.1 De leararen folgje de taal- en lêsfoarderings Frysk fan har learlingen systematysk.
5.2 De leararen stimme de ynstruksje en ferwurking by Frysk ôf op it ûnderwiisferlet fan de learlingen.
5.3 It taalgebrûk fan de leararen past by it taalferlet fan de learlingen.
Kwaliteitsaspekt 6 Aktive rol learlingen
6.1 De learlingen binne yn de lessen Frysk aktyf behelle yn ûnderwiisaktiviteiten.
Kwaliteitsaspekt 7 It toetsen
7.1 De leararen brûke toetsen dy't net bûn binne oan in metoade foar it fêststellen fan de foarderings op it mêd fan de Fryske taal.